Yn jannewaris 1762 wie 'De Jonge Obbe Obbes' yn Bilbao (Noard Spanje) laden mei izeren stêven en wol en wie op 3 febrewaris út Bilbao ôfsetten nei Amsterdam. Oan board wienen û.o. stjoerman Auke Tymens út Starum, Jan Volkers, boatsman fan Frjentsjer, en de skipstimmerman Lykle Ages, dy't lykas de skipper Pieter Sipkes út Sleat ôfkomstich wie. Sy wienen noch mar krekt ûnderweis, doe't der stoarmwaar opsetten kaam, dy't mear as twa wiken oanhold; de tsjûgen dienen hjir ferslach fan en notaris Verley omskreaue alle wederwarichheden as gefolch fan *stormwinden en stijve koeltens met hoge en holle zeën* esfh. Net earder as op 27 febrewaris 1762 leinen sy oan de wâl yn Amsterdam. It die bliken der wie nochal wat skea oan de balen wol.

Twa wiken letter wie de lading wol noch altyd net lost mar Pieter Sipkes wie al wer ôfsetten, nei alle gedachten nei Sleat. De opdrachtjouwers, Pieter Martens en soan, dienen op 16 maart 1762 harren beklach by notaris Verley dy't de al oanwêzige stjoerman Auke Tymens moanne de lading sa gau as mooglik te lossen. Auke soe it boadskip oerbringe oan Pieter. Nei alle gedachten hie ien en oar te krijen mei de skea oan de balen wol.

Op 9 oktober 1765 wie 'De Jonge Obbe Obbes' mei Pieter Sipkes as skipper en Klaas Jansen oan it roer fanút Bordeaux útsyld op wei nei Amsterdam, mei oan board sûker, kofjebeannen en prommen. Sy hienen noch mar krekt it romme sop keazen, doe't sy te krijen hienen mei *stormwinden en stijve koeltens met hoge en holle zeën waarin hun schip swaer heeft gewerkt, gearbeijd en geslingert, ook swaer onder water heeft gelegen en lek geworden is en sij ook veel zeewater en zeestortingen op- en over gekregen hebben; hebbende ook met het water suiker uytgepompt*.¹⁶

Op 31 oktober 1765 kamen sy oan yn Amsterdam. Op 19 novimber ferskynden stjoerman Klaas Jansen, skipstimmerman Michiel Melles en matroas Johannes Eylderts as tsjûgen foar notaris Verley om plechtich te ferklearjen dat de skea oan it skip en de lading net oan harren seemanskip lein hie mar oan it minne waar.

Itjier dêrop wie 't al wer raak. Op 6 desimber 1766 wie Pieter Sipkes mei 'De Jonge Obbe Obbes' wer út Bordeaux fearn op wei nei Amsterdam mei wyn, sûker en prommen oan board. Opnij wienen sy oerfallen troch stormwaar mei *hoge en holle zeën* en hienen mei it seewetter dizze kear ek in part fan de reade wyn fuortpompe moatten. Lykwols kamen sy al op 16 desimber oan yn Amsterdam en op Nijjersdei 1767 ferklearren stjoerman Dirk Davids, de kok Pieter Klazes en matroas Jan Pieter Toom hoe't it siet mei de ûngemakken mei de lading, en dat sy wis neat stellen of trochferkocht hienen.

16 Dit binne standerdisearre útdrukkings, dy't fakentiden yn de ferslagen brûkt wurde yn gefal fan stoarmwaar.

Froastferlet

In jiermannich earder moast Pieter Sipkes him om in hiel oare reden ferantwurdzje foar syn lette oankomst yn Amsterdam. Sy hienen ‘De Jonge Obbe Obbes’ yn Bordeaux laden mei fetten reade wyn en wienen op 24 novimber 1764 ôfsetten nei Amsterdam. Fuortdalik krigen sy wer stoarmwaar en hege seeën oer harren hinne. Sy krigen ek dizze kear wetter binnen en moasten in part fan de wyn fuortpompe, mar likegoed kamen sy al op 18 desimber by Texel oan. It wie lykwols winter yn Hollân en fanwegen iisgong koenen sy de Sudersee net op farre. Dêrom sylden sy mei help fan in Texelse loads ‘De Jonge Obbe Obbes’ yn de lijte fan De Hors en moasten wachtsje oant 19 jannewaris ear’t sy fierder sile koenen. Blykber lei de Sudersee noch altyd fol iis, want net earder as op 30 jannewaris leinen sy oan yn Amsterdam. De skea bestie dizze kear net allinnich út de fuortpompte wyn mar troch it opûnthâld wienen der ekstra kosten makke fanwegen 7 *Eeters, varende alle (buyten de skipper) bij de week*.

Dit is nijsgjirrich omdat wy hjirmei witte dat der yn alle gefallen fearn waard mei sân man. Dêrûnder wie fansels altyd de skipper, in stjoerman – dizze kear Thijs Jansen Nij út Dokkum – en neist in stikmannich matroazen faak ek in skiptstimmerman en in kok.

In hachlik aventoer by Flylân

Op 29 augustus 1768 kaam Pieter Sipkes mei syn skip op ‘e weromreis fan Königsberg (Kaliningrad) mei in lading himp, himpsied en linsied fêst te sitten by ‘t *Gat genaamt Stortenmelk* boppe Flylân. It skip wie lek en hong slim oer de side. De bemanning hie wakker oan it pompen west mar dat joech allegear neat en nei in dei hurd wurkjen hienen sy de ein yn ‘e bek. Dêrom rôpen sy jûns 10 oere de help yn fan de Flylanner loadsen Claas Duijnmaijer en Ariaan Pieters, beide stjoerman op in eigen *loosshuyt*. Mei tsien man sterk kamen sy oan board en namen in hiele nacht lang – it wie ljochtmoanne – it pompen oer, mar koenen net gewaar wurde oft der mear of minder wetter yn it skip kaam. De oare deis waard besletten dan mar wer ûnder seil te gean, om te besykjen al pompde it skip boppe wetter te hâlden en de haven fan Starum te heljen. De beide loadsen reizgen harren nei om te sjen oft alles goed gie. Yn Starum koenen Pieter Sipkes en syn folk lang om let op ‘e koai en hawwe de Flylanners it skip leechpompt. De oare deis (31 augustus) binne sy wer ôfsetten nei Flylân en Pieter Sipkes nei Saandam om syn lading – of wat dêr noch fan oer wie – te lossen.

Simmerstoarm

Yn juny 1767 lei Pieter Sipkes mei ‘De Jonge Obbe Obbes’ yn Königsberg om koarn en himp yn te nimmen. Fanwegen *contrariewinden* koenen sy net earder as op 3 july de seilen hise foar de reis nei Amsterdam. De 4de, 5de, 8ste en 9de july siet it harren al wer tsjin mei *harde winden en stijve koeltens met hoge en holle zeen*. Op 10 july 1767 koenen sy lykwols troch de Sont farre (sjoch tabel 1), mar op 11, 12 en 13 july krigen sy op ‘e Noardsee mei it selde swiere waar te krijen – de Amsterdamse notaris brûkt eksakt deselde útdrukkings as earder – en kamen op 19 july oan by it Flie. Op 23 july

koenen sy harren lading losse yn Amsterdam. Der wie lykwols grutte skea oan de fracht ûntstien fanwegen it minne waar en dêrom ferskynden op 1 augustus 1767 trije bemanningsleden as tsjûge foar de notaris: Jacob Piers (stjoerman), Pieter Clases (kok) en Hendrik Hergens (matroas).

Folslein út koers

Op 17 jannewaris 1776 wie Pieter Sipkes mei it skip 'De Twee Gezusters' út Bordeaux wei ôfsetten nei Amsterdam. Sy waarden al gau oerfallen troch in swiere stoarm út it súdwesten, wêrby't in soad skea ûntstie oan de roef en it roer en boppedat wie it skip lekslein. Op 2 febrewaris helle de stoarm noch wer oan. It skip hong oer de stjoerboardside en dêrom waard it swurd oan dy kant loskapt, sadat it skip wer oerein kaam. It skip wie net maklik mear te bestjoeren en de kop waard yn 'e wyn lein. Dit alles barde op 50 graden en 38 min. noarderbreedte. Mar hoe siet it mei de lingtegraad? Op 4 febrewaris seagen sy ta harren ôfgrizen de Ingelske kust lizzen en wienen hielendal út koers rekke, wylst it noch altyd stoarme, tongere en wjerlochte as soe de wrâld fergean. De oare deis seagen sy it eilân Lundy, hielendal oan de westkust fan Ingelân, justjes súd fan Wales! Dêr smieten sy it anker út. It bleau mar stoarmjen, dat sy besleaten in haven op te sykjen. Mei help fan Ingelske loadsen rûnen sy op 14 febrewaris de haven fan Bristol binnen. Dêr hawwe sy it skip sa goed en sa kwea as it koe wer opkalfatere en setten op 2 maart wer ôf, mar doe kaam der opnij in fleanende stoarm opsetten, dizze kear út it noardwesten en moasten sy werom nei Bristol. Net earder as 23 maart gienen sy wer ûnder seil en kamen 10 april oan by Texel en op 13 april koenen sy nei trije moanne oanlizze yn de thússtêd Amsterdam. De skea oan 'De Twee Gezusters' bedroech 1486 gûne en de lading wie sa goed as ferlern gien.

Winkelman

Nei in súksesfolle karriêre en in stikmannich bange aventoeren as kofskipper iepenen Pieter Sipkes en Aukje Jochems om 1782 hinne in winkel oan it Djip yn Sleat. Sy hienen benammen alderhande soarten stof yn de handel, lykas side, kant, damast, linnen ensfh.

It wie nei alle gedachten benammen Aukje har gedoente, want doe't sy op 20 febrewaris 1785 stoar, waard de winkel al gau sletten; op 30 maaie 1785 waard der boelguod holden.

Wy komme Pieter Sipkes syn namme dêrnei noch ien kear tsjin yn de skipssjoernalen: op 29 desimber 1785 komt er mei it skip fanút Goatenburch oan yn Embden. Hy hoegde dêrfoar net troch de Sont. It wie nei alle gedachten Pieter syn lêste reis: op 5 maaie 1786 is Pieter Sipkes stoarn. It hûs waard te keap setten.

DE Burgemeester PIETER SIKKES SEVENSMA te Sloten, praesenteerd (vermits het overlyden van zyne Huisvrouw) door *J. van de Meer* als Ontvanger van de Boelgoeden te Verkoopen: Zynde voor 2 a 3 Jaaren nieuw aangelegde WINKEL, bestaande in allerhande Zyde Stroffen, Kantten, Chitzen, Daaften, Caleminken, Oo't Ind. Doeken, Harlinger en andere Bonten, Marfeilles, Greusen, Sayen en Bayen, Gaarens en een groote quantiteit allerhande zoorten van Linnens, en wat verder in een Capitale Winkel is behorende en te voorichyn zal worden gebracht; Wie daar aan gading heeft, kome op Maandag den 30 May en volgende dage, ten Huize van de Burgemeester vooraemd, 's Morgens ten 9 Uuren, en kope op ordinaris Boelarticulen. Zegt het voort.

Een deftige HUIZINGE STEEDE en GROND, staande aan 't diep te Sloten, laast bewoond door wylen de Burgemeester *P. S. Sevensma*, zynde zter geschikt tot een Winkel of andere hantering. Die daar aan gading maakt kome op Vrydag den 1 September 1786, by de Beschryving, den 8ten dito by de Verhoging, en den 15dito by de Fynale Palmilag, telkens te één Uur ten huize van de Castelein *Elias Durks* te Sloten. Zeg 't voort.

Leeuwarder Courant 21 maaie 1785: boelguod winkel Pieter Sipkes Sevensma

Leeuwarder Courant 26 augustus 1786: ferkeap hûs en winkel

De bern fan Pieter Sipkes

Sipke Pieters Sevensma (1749-1791); sjoch de kertierdrager.

Jeltsje Pieters (1755 - ?) is doopt op 26 oktober 1755 yn Sleat út it twadde houlik fan har heit Pieter Sipkes mei Aukje Jochems. Sy neamde har net Sevensma en wie ek gjin lidmaat yn Sleat. It is fierder net maklik de gongen fan Jeltsje nei te gean. Sy wie by de berte al blyn.¹⁷ It is net bekend wêr en wannear't sy stoarn is.

Tredde generaasje

4. Sipke Lykles, boer te Broek, Tsjerkgaast en Sleat, dêr stoarn 11 augustus 1747, troude om 1718 hinne

5. Okje Brands, doopt te Tsjerkgaast 13 desimber 1691 (as Achtien), stoarn Sleat 2 jannewaris 1758.

Bern: Brand (1720) en Pieter (1723-1786).

Sipke Lykles en Okje Brands

Sipke Lykles soe om 1680 hinne berne wêze kinne te Tsjerkgaast,¹⁸ dêr't syn heit Lykle Sipkes buorkerij hie. It is opmerklik dat Sipke al in stikmannich kij en rierren kocht by it boelguod fan syn heit op 25 juny 1709. Op Tsjerkgaast buorken ek Brand Martens en syn frou Corneliske Pokes. Sy hienen in dochter Okje – by de doop op 13 deseimber 1691 waard sy Achtien neamd – en om 1718 hinne sille Sipke en Okje troude wêze.

Sy hawwe earst yn Broek wenne en krigen dêr in soan Brand (24 maart of 24 april 1720) mar binne dêrnei al gau nei Tsjerkgaast ferhuze, dêr't sy op 6 juny 1723 noch in soan Pieter dope lieten. Sipke hie wat buorkerij, mar nei alle gedachten wie dat gjin grut spul.¹⁹

17 Weesboek SLO 40, foto 57 (15 desimber 1791).

18 Syn suster Anck of Auckje troude al foar 1698 mei Gauke Bouwes.

19 Hy wurdt net neamd yn it stimkohier 1728 fan Tsjerkgaast.

Yn 1734 ferhuze hy mei de famylje nei Sleat en hie dêr wat komelkerij. Op 11 augustus 1747 is Sipke Lykles stoarn en bleau Okje mei de komelkerij sitten. De soannen Brand en Pieter wienen beide al troud: Brand yn 1746 mei Grytsje Wybrens, Pieter yn 1747 mei Tryntsje Wybrens (nrs. 2 en 3). Grytsje en Tryntsje wienen susters en dochters fan Wybren Romkes en Janke Cornelis (nrs. 6 en 7). Brand en Grytsje hienen op 18 septimber 1747 al in dochter Okje krigen yn Ousterhaule mar nei de dea fan Sipke Lykles lûkt Brand mei syn jonge gesin wer yn by Okje yn Sleat en nimt de komelkerij oer. Yn 1749 waard oer him sein: *kleyne boer, dog (kan) zijn kost behoorlijk winne*. It wie lykwols mar tydlik want de jierren dêrnei liet er nochris trije bern yn Haskerhoarne doped: Sipke (1749), Janke (1751) en Tryntsje (1753).

Okje Brands bleau allinnich yn Sleat efter en sei de komelkerij farwol. In jiermannich letter kaam Pieter mei syn twadde frou by har ynwenjen en pakte sy de komelkerij wer op (sjoch nr. 2). Yn 1754 al waarden blykber tariedingen makke; yn it speesjekohier fan dat jier stiet: *Ockjen Sipkes, de heerdsteë uit de koestal weggebroken*. Der kamen wer trije kij op stâl, op namme fan Okje.²⁰ Mooglik dat Pieter noch wat oars om hannen hie, want fan trije kij hie in opgroeënd gesin en in âlde mem nei alle gedachten gjin bestean. Op 2 jannewaris 1758 stoar Okje. Pieter buorke noch twa jier troch mar waard dêrnei kofskipper.

6. Wybren Romkes, berne om 1690 hinne, boer yn Ousterhaule, stoarn tusken 1763 en 1766, tr. op 'e Jouwer 21 jannewaris 1714

7. Janke Cornelis, doopt op 'e Jouwer 11 maaie 1690, stoarn tusken 1763 en 1766.

Bern: Grytje (1715), Wimpkjen (1719), Tryntje (1721), Johannes (1723), Kornieles (1726), Dieuke (1728), Romke (†1729), Jacob (1733) en Romke (1735), allegear doopt op 'e Jouwer.

Wybren Romkes en Janke Cornelis

Wybren Romkes wie in soan fan Romke Johannes en Grytsje Wopkes, dy't troud binne yn 1687. As wy oannimme dat Wybren net de âldste soan west hat – hy hie yn alle gefallen in broer Wopke – soe hy sa om 1690 hinne berne wêze kinne. Fan Janke Cornelis witte wy yn alle gefallen dat sy op 11 maaie 1690 doopt is op 'e Jouwer.

Wybren is nei alle gedachten opgroeid op in pleats justjes súdwest fan De Jouwer mar tsjerklik en bestjoerlik hearde it by Ousterhaule.²¹ Op 21 jannewaris 1714 troude hy mei Janke Cornelis. Beide wennen doe op 'e Jouwer en dêr lieten sy tusken 1715 en 1735 ek harren njoggen bern doped. Lykwols stiet yn it lidmateboek fan De Jouwer dat Wybren en Janke yn 1728 nei Ousterhaule ferhuze binne.²² Dit hat grif te krijen mei de nij boude Koaipeats dêr't sy kamen te wenjen.


20 Speesjekohier Sleat 1751-1760, nrs 136, 137, 138.

21 Stimkohier 1698 Ousterhaule nr. 22; eigener en brûker Romke Johannes.

22 DTB 362 (lidmateboek De Jouwer).

De Koaipleats

Tusken 1698 en 1728 is der blykber hiel wat feroare op dit ein fan Ousterhaule, súdwest fan De Jouwer. Dit docht bygelyks bliken út tal fan transaksjes yn it begjin fan de 18de iuw dêr't lân by kocht en ferkocht wurdt dat bygelyks omskreaun stiet as *gelegen in Ousterhaulster schar ofte nijemaden, lopende van de maadspitinge tot in de Sijpen*.²³ Ferkeapers binne nochalris lju fan kwizekwânsje lykas grytmannen, rike keaplju, fertsjinwurdigers fan diakoniën ensfh. Nei alle gedachten giet it hjir om âlde turfgraverijen, dy't wer yn kultuer brocht wurde (nijemaden). Allinnich Wybren Romkes syn heit Romke Wybrens wurdt al in kear as tweintich neamd as keaper fan lân yn it *Haulster grootland of Haulster niemaden*. As gefolch fan al dy transaksjes is it blykber net goed slagge in rekonstruksje te meitsjen fan de âlde besitsferhâldingen yn dit part fan Ousterhaule, dat wy dit gebiet op de kaart fan HisGis werom fine as *terra incognita*.



De pleats fan Romke Johannes Brouwer (floreennr. 32 Ousterhaule) mei de einekoai (Vogelkooy). De “Polder Dijk” – de lettere tramdyk It Fean-Snits – foarme de grins tusken Haskerlân en Doanjewerstal (Vegelinkaart 1739)

Nei de keap fan al dit âlde turf lân hat Wybren Romkes syn heit Romke Johannes dêr twa nije pleatsen sette litten mei floreennûmers 31 en 32.²⁴ By dy lêste pleats hearde in einekoai en dy waard dêrom yn de omkriten bekend as de Koaipleats.²⁵ De pleats stie sawat op 'e krusing fan de hjoeddeiske Hurddraversdyk en de Hege Simmerdyk (de eardere tramdyk) op 'e Jouwer, justjes op it grûngebiet fan Doanjewerstal (Ousterhaule). De yn 1920 oprjochte Jouster fuotbalferiening De Kooi hie hjir letter harren fuotbalfjilden en ek de eardere tramhalte hjitte De Kooi.

- 23 Proklamaasjeboek DON 15 fol. 95b (d.d. 16 maaie 1700); en noch folle mear fan soksoarte omskriuwingen.
- 24 Floreenkohier DON 1728 Ousterhaule 31 en 32.
- 25 Sjoch ek: *Fryslân, Nieuwsblad voor geschiedenis en cultuur*, juny 2006 (side 13-18).

Nei alle gedachten al fan 1728 ôfbuorke Wybren Romkes hjir op nr. 32 en yn 1747 erfde hy it spul fan syn heit; syn broer Wopke Romkes krige de oare pleats (florennummer 31). Yn 1749 stie Wybren bekend as 'eigenerfde boer' mei seis ynwenners âlder as 12 jier. Wa't dat krekt binne is net maklik te sizzen omdat allinnich de dochters Grytsje en Tryntsje op dat stuit noch mar troude binne.

Dat Wybren Romkes in kearmannich neamd wurdt mei de tanamme Brouwer²⁶ hat te krijen mei syn heit, dy't him geregeld Romke Johannes Brouwer neamde omdat er neist boer earder ek bierbrouwer op 'e Jouwer west hat. Oft Wybrens sels ek brouwer west hat, is neat oer bekend.

Op 25 maart 1762 waard de Koaipeats ferkocht oan Hans Wopkes, de twadde soan fan syn broer Wopke Romkes. Op dat stuit waard de pleats brûkt troch de âldste soan Johannes Wybrens mar blykber hie hy of ien fan de oare bern fan Wybren en Janke – dêrûnder noch trije soannen – gjin belangstelling hjir fierder te buorkjen. It jier dêrop binne Wybren en Janke wer opnij lidmaat wurden op 'e Jouwer.

Nei alle gedachten binne Wybren en Janke om 1766 hinne stoarn. Harren erfskip is yn sân gelikense dielen omparten ûnder de seis noch libjende bern (Grytje, Wimpkjen, Johannes, Kornieles, Jacob en Romke) en ien bernsbern Sipke Pieters Sevensma, de ienige soan fan Tryntsje Wybrens.²⁷

Yn it begjin fan de 19de iuw is de einekoai al net mear yn bedriuw en ek de pleats sels bestiet al lang net mear. Lykas sein is it oantinken oan de Koaipeats lang yn stân holden mei de namme fan in tramhalte en de namme fan in fuotbalclub; de tram rydt al lang net mear en de fuotbalclub de Kooi is yn 1965 fusearre mei de RK fuotbalferiening Friso ta SC Joure.

Ejirde generaasje

8. Lykle Sipkes, berne om 1645 hinne, stoarn nei 1709, boer te Tsjerkgaast (1698), tr.

9. N. Auckes (Sevensma).

Bern: Ancke of Auckje (~1675-1708) en Sipke (~1680-1747).

De namme Sevensma

Oer Lykle Sipkes is net folle mei wissichheid te sizzen, en ek de foarnamme fan syn frou is ûnbekend. Yn 1698 is hy brûker fan in pleats mei twa stimmen (18 en 19) yn Tsjerkgaast.

Al yn 1671 waard Lykle Sipkes neamd as kurator oer Gelck Jaenes, it weesbern fan Jaene Auckes en Gelck Roords.²⁸ Wat de relaasje tusken de ferstoarne âlders en Lykle Sipkes is, docht bliken yn 1682 wannear't Lykle kurator wurdt oer de trije weesbern

26 Autorisatieboek HAS 31 (d.d. 21-10-1726 en 17-12-1746).

27 Weesboek HAS 45 fol. 119 (foto 161).

28 Resesboek GAA 26 (d.d. 18-10-1671).

fan Lolle Auckes Sevensma en Jell Symmens.²⁹ De oare kurator is Douwe Romckes, dy't troud is mei Aukjen Simons, nei alle gedachten in suster fan Jell Symmens. Beide kuratoren binne omkes fan de trije weesbern.

Ut it boppesteande meie wy konkludearje dat Lykle Sipkes blykber troud wie mei in suster fan Jaene Auckes en Lolle Auckes. Lolle wie blykber in man fan kwizekwânsje; hy wie bysitter fan Gaasterlân en hie him de skaainamme Sevensma oanmjitten. Nei alle gedachten hat ek Lykle syn frou har N. Auckes Sevensma neamd; dat sil de ferklearring wêze dat har beppesizzer Pieter Sipkes (nr. 2) in lytse hûndert jier letter syn namme optúgde mei de skaainamme Sevensma.

Wêr't de namme Sevensma fan ôflieden is, is net maklik te sizzen. By syn trouwen yn 1661 fierde Lolle Auckes dizze skaainamme al en dat is ek de earste kear dat wy dy namme yn de argiven oantrefte.

Op 31 maart 1708 waard Lykle Sipkes neamd as *bestevader* (pake) fan de weesbern fan syn dochter Ancke Lyckles silger, widdo fan Gaucke Bouwes.³⁰ Op 25 juny 1709 hold Lykle boelguod te Tsjerkgaast; syn beslach oan fee, ûnder oare 7 kij en 7 rierren, waard foar in part opkocht troch soan Sipke Lyckles.³¹

10. Brand Martens, boer te Tsjerkgaast (1698), stoarn 1699, troud Sint Nyk 13 maaie 1686 mei

11. Corneliske (Keele) Peekes, boerin/widdo te Tsjerkgaast en Dunegea (1710), stoarn 1710/1711.

Bern: Tjeds (1687-1770), Okje (Achtien) (1691-1758), Marten (1695-1745) en Brand (1699).

Brand Martens en Keele Pokes

Brand Martens troude op 13 maaie 1686 yn de grifformearde tsjerke fan Sint Nyk mei Corneliske Pokes, dy't har ek wol Keele neamde. Sy hie in suster Sybrich Pokes (troud mei Romke Idskes) en in broer Auke Pokes (troud mei Gertie).³² Mooglik wienen harren âlders in Peke Cornelis en in Okje mar oer harren is fierder neat te finen.

Brand Martens waard boer te Tsjerkgaast³³ en dêr lieten sy fjouwer bern dope. Foar de berte fan de jongste soan Brand, dy't doopt waard op 7 oktober 1699, waard de heit net by namme neamd. Nei alle gedachten wie Brand Martens doe al stoarn en is de jongste soan nei him neamd.

29 Resesboek GAA 27 (d.d. 03-05-1682).

30 Weesboek DON d.d. 31-03-1708 fol. 381 (N. Tagong 13.108, aktenr. 147).

31 Boelguodsboek DON 83 fol. 164 (d.d. 25-06-1709).

32 Auke Pokes krige yn 1702 ek in dochter Ockjen yn Sint Nyk. Sybrich Pokes buorke mei har man Romke Idskes (†1703) yn Dunegea op stimpleats 5.

33 Stimkohier DON 1698 Tsjerkgaast brûker fan stimmen 37 en 38.

Yn 1710 komme wy Keele Pekes tsjin as hierder fan stimnûmer 5 yn Dunegea, as opfolger fan har suster Sybrich Pekes, dy't ek widdo wurden wie.³⁴ Op 2 desimber fan dat jier lei sy lykwols slim siik op bêd en liet sels yn it bywêzen fan fjouwer tsjûgen en notaris Schultinck fan De Jouwer har testamint opmeitsje.³⁵ Har fjouwer bern wienen doe noch minderjerrich; sy stelde Eise Jetses fan Tsjerkgaast as fâd oan (as hy dat oannimme woe) en de bern koenen sels noch noch ien of twa oare fâden kieze. Ut ien en oar docht bliken dat der nei alle gedachten haast by wie en net lang dêrnei sil Keele Pekes stoarn wêze.

It bysûndere is dat sy absolút net ha woe dat de ynboel nei har dea fersegele of beskreaun wurde soe. Har âldste soan Marten Brands (15) wurdt apart neamd: hy krige de 100 gûne (mei de rinten) dy't sy úтлиend hie oan Simme Hylkes fan Follegea en hy krige in brún, mar siik (*kold*) hynder. Marten wie noch mar 15 jier mar nei alle gedachten seach sy him as har opfolger. Yndie stie hy yn 1716 as hierder fan stimpleats 5 yn Dunegea yn 'e boeken. Yn 1727 wie hy hierder fan stimpleats 32 yn Dunegea.

12. Romcke Johannis (Dyckstra/Brouwer), berne om 1665 hinne, stoarn foar 15 novimber 1745, tr. foar it gerjocht fan Haskerlân 4 july 1687

13. Grietie Wopckes, fan De Jouwer.

Bern: Wybren, Wopke, Trijntje en Wytske.

Romke Johannes (Dyckstra/Brouwer) en Grytsje Wopkes

Romke Johannes wie in soan fan Johannes Jelles en Tryntsje Wybrens, dy't om 1660 hinne buorkerij hienen yn Diken ûnder Langwar. Doe't Romke op 4 july 1687 troude mei Grytsje Wopkes, neamde hy him Dyckstra mar hy wenne op dat stuit op 'e Jouwer. Mooglik wie Grytsje in dochter fan Wopke Jacobs, skuonmakker op 'e Jouwer.³⁶ Dat sy foar it gerjocht fan Haskerlân trouden, soe betsjutte kinne dat sy roomsk wienen. Yn alle gefallen wienen syn bruorren Jelle, Jurjen en Walte ek it âlde leauwe fan Rome tagedien en nei alle gedachten ek de famylje fan Grytsje Wopkes. Romke Johannes en Grytsje Wopkes hawwe yn alle gefallen fjouwer bern krigen: twa soannen, Wybren en Wopke dy't letter grifformearde wienen, en twa dochters Tryntsje en Wytske, dy't dopersk wurden binne.

Romke Johannes wie yn 1698 boer op in eigen stimpleats, justjes súdwest fan De Jouwer mar offisjeel foel it ûnder Ousterhaule (stimnûmer 22). Lykas earder sein binne dizze omkriten fan Ousterhaule yn it begjin fan de 18de iuw ferfeante en dan

34 Postma, R., *Dunegea; de skiednis fan in doarp tusken de marren*, Fryske Akademy 1987, side 197.

35 SLO 29 fol. 139.

36 Wopcke Jacobs tr. 1. 28-12-1656 (ger. HAS) Griettie Gerbens; tr. 2. 3-11-1658 (ger. HAS) Trintie Gerbens. Mooglik wie Grytsje Wopckes út it twadde houlik en neamd nei Wopcke syn earste frou. Nei alle gedachten wienen sy r.k.: har doop wurdt net oantroffen yn it grifformearde trouboek fan de Jouwer.

is it net maklik buorkjen. Romke Johannes socht dan ek tydlik in oare breawinning: foar it earst yn 1699 stiet hy te boek as *brouwer op de Joure*.³⁷ It docht bliken dat hy doe ek net langer yn Ousterhaule wenne: yn 1710 kocht er boulân yn Sint Nyk en waard hy neamd *Romcke Johannes, burger en meester Brouwer op de Joure*.³⁸ Yn 1713 kocht er noch wer mear boulân op 'e Heide by Sint Nyk,³⁹ mooglik om fan syn eigen koarn bier te brouwen. Nei alle gedachten naam de feanterij net folle langer yn beslach as in jier as tweintich, want Romke pakte om 1720 hinne de buorkerij wer op: hy begûn wer ferfeante lân (*nieuwe maden*) op te keapjen, ûnder oare fan grytman Allard van Buren fan Doanjewerstal en yn 1721 stiet hy te boek as *Romcke Johannes, gewezen brouwer op de Joure, nu Ousterhaule*.⁴⁰

It docht bliken dat Romke twa nije pleatsen (sûnder stim) bouwe litten hat mei floreennûmers 31 en 32 ûnder Ousterhaule.⁴¹ Nei alle gedachten buorke Romke sels op nûmer 32, dêr't ek in einekoai by hearde en dy't dêrom yn de omkriten bekend stie as de Koaipleats. Ek al wie Romke Johannes no wer gewoan boer, hy bleau syn namme optugen mei it taheakke Brouwer, mar no as offisjeuze famyljenamme.

Yn 1738 hat Romke nr. 32 ferhierd oan syn soan Wybren. Yn 1747 krige Wybren dizze Koaipleats út it erfskip fan syn heit (sjoch nr. 6).

De oare pleats mei floreennûmer 31 is yn 1738 ferhierd oan Minne Bonnes omdat de oare soan Wopke yn 1735 troch it Hof fan Fryslân tydlik hannelingsûnbekwaam ferklearre wie.⁴² Romke waard as kurator oer syn bern oansteld. Goed tsien jier letter wie Wopke wer sûn ferklearre en buorke er fierder op de pleats mei floreennûmer 31, dy't er 1747 krige út it erfskip fan syn heit.

Doe't Wopke yn 1745 wer hannelingsbekwaam ferklearre waard, wie Romke Johannes al stoarn.⁴³

It is nijsgjirrich ek de beide dochters Tryntsje en Wyske Romkes op it harspit te nimmen. Tryntsje troude yn 1718 mei Sippe Annes (†1771) út Makkum. Hy wie kofskipper en fear tusken 1721 en 1744 mannich kear troch de Sont mei as thúshaven Makkum, mar sûnt 1730 wennen sy wer op 'e Jouwer en wienen dêr dopersk lidmaat. Yn 1749 stie Sippe Annes te boek as skipper en rinteniër. Under nr. 2 fan dizze kertiersteat hawwe wy it wiidweidich hân oer Pieter Sipkes, kofskipper te Sleat. Hy wie mar fan ienfâldige komôf en dat er it lykwols ta kofskipper (en boargemaster fan Sleat) skopt

37 Proklamaasjeboek DON 15 fol. 65b (d.d. 11-05-1699).

38 Proklamaasjeboek DON 17 fol. 142 (d.d. 20-11-1710).

39 Proklamaasjeboek DON 18 fol. 11 (d.d. 02-03-1713).

40 Proklamaasjeboek DON 19 fol. 128 (d.d. 23-11-1721).

41 Yn HisGis is floreennûmer 31 te lokalisearjen, mar floreennûmer 32 net. Ut de beskriuwing yn de floreenkohieren lizze beide floreennûmers sa om ende by yn elkoars ferlingde en sille de âlde stim 22 omfiemje. Sjoch ek: *Fryslân; Nieuwsblad voor geschiedenis en cultuur*, juny 2006, side 13 o/m 18.

42 Autorisaasjeboek HAS 31 (d.d. 03-11-1735).

43 Autorisaasjeboek HAS 31 (d.d.15-11-1745).

hat, moat mooglik net los sjoen wurde fan de skipperij fan Sippe Annes, syn oantroude omke (omke fan syn frou Tryntsje Wybrens). Faaks hat er it farren leard fan omke Sippe? Yn 1747 waard Sippe Annes kurator oer de bern fan Pieter Ynses en Wytse Romkes, in suster fan Tryntsje Romkes. Ek Pieter en Wytse wienen dopersk en hawwe harren bern dêrom net op 'e Jouwer dope litten. Op 25 jannewaris 1741 is Wytse stoarn en 31 jannewaris fan it selde jier Pieter. Sadwaande waard Sippe Annes fâd oer harren weesbern: Ype (1724), Grytsje (1726), Romke (1732) en Claeske (1734).

14. Cornelis Kerstes/Carstis, doopt op 'e Jouwer 20 july 1650, skipper op Snits, tr. 1. (3de prokl. De Jouwer 17 july 1670) Sjouk Alberts,⁴⁴ fan Balk; tr. 2. De Jouwer 21 febrewaris 1686

15. Wimke/Willemke Jacobus Keverling, doopt op 'e Jouwer 1 maaie 1659, stoarn foar 1703.

Bern by Wimke: Sjouk (1687), Janke (1690), Jacob (1692).

Cornelis Karstes en Sjouk Alberts

Cornelis is op 20 july 1650 op 'e Jouwer doopt as Neelis, soan fan Karst Aukes en Dieuke Jans. Yn 1670 troude hy mei Sjouk Alberts fan Balk. Sy krigen trije dochters: Tial (1671), nochris in Tjaal (1672) en Dieuwke (1677). It is opmerklik dat de twadde dochter Tjaal op 28 juny 1672 doopt is yn Snits. Faaks hie dat te krijen mei in útsluting fan Cornelis Karstes (fan it nachtmiel) yn oktober 1671 fanwegen 'gepleegde ergernissen'.⁴⁵ Boppedat wie Cornelis skipper op Snits,⁴⁶ dat faaks hat Sjouk mei de lytse in dei mei west op it skip nei Snits.

De jongste dochter Dieuwke is yn 1677 wol wer gewoan op 'e Jouwer doopt. Sjouk Alberts moat al foar 1686 stoarn wêze.

Cornelis Karstes en Willemke Jacobs Keverling

Op 21 febrewaris 1686 troude Cornelis Karstes foar de twadde kear, mei Willemke Jacobs Keverling. Willemke is (nei alle gedachten) doopt op 1 maaie 1659 op 'e Jouwer as dochter fan Jacob Daniels Keverling en Antsje Pieters.⁴⁷ Op it rûzige libben fan Jacob Keverling, rektor fan de Latynske skoalle op 'e Jouwer, komme wy aanst werom. Cornelis en Willemke hawwe trije bern krigen: Sjouk (1687), Janke (1690, sjoch nr. 7) en Jacob (1692). De âldste dochter sil neamd wêze nei Cornelis syn earste frou.

44 Yn DTB 360 wurdt sy by har trouwen by fersin (?) Jouck Alberts neamd; by de berte fan Tjaal (1672) en fan Dieuwke (1677) en yn it lidmateboek fan de Jouwer (DTB 362) wurdt sy Siouck Alberts neamd.

45 DTB 362 (lidmateboek De Jouwer d.d. 26-10-1671).

46 DTB 362 (lidmateboek De Jouwer d.d. 07-04-1687).

47 Willemke har namme wurdt net ekplisyt neamd yn it doopboek mar út de bertedatums fan de oare bern en Willemke har troudatum (1686) moat Willemke wol fan 1659 wêze; sjoch fierder nrs. 30 en 31.

Willemke moat foar 1703 stoarn wêze want op 11 febrewaris 1703 troude Cornelis foar de tredde kear, mei Maria Meyers, widdo fan Evert Lemmen, âld-plysjeman (*executeur*) yn Haskerlân. Lang duorre de nije leafde net want op 30 septimber 1705 blykt sy stoarn te wêzen.⁴⁸

Nei alle gedachten is Cornelis Karstes om 1726 hinne stoarn. Ut in oantekening yn it autorisaasjeboek fan Haskerlân fan 21 oktober 1726 docht bliken dat er syn skoansoan Eelke Freeks, pottebakker yn Warkum en troude mei dochter Dieuwke Cornelis, ûnterfd hat.⁴⁹ De mooglike reden hjirfoar is dat dochter Dieuwke al folle earder (om 1713 hinne) stoarn is en Eelke yn 1716 opnij troude wie.

Fiifde generaasje

24. Johannes Jelles, berne om 1600 hinne, boer te Ousterhaule en Diken, stoarn 1675/76, tr. 1. gerjocht Doanjewerstal 12 oktober 1620 Hylck Johannes út Goaiïngaryp, stoarn foar 1651; gjin bern.

Troude 2. gerjocht Doanjewerstal 8 maaie 1651 mei Jantien Edes Solstra, berne 1634 te Diken, dochter fan Ede Edes (†1656) en Sjouk van Solkema (†1653). Bern: û. o. Ede, libbe 1673.

Troude 3. gerjocht Doanjewerstal 2 maaie 1660 mei

25. Trijntje Wybrens, berne yn Teroele, stoarn nei 1698.

Bern: Jelle, Romke, Willem, Jurjen (†1750), Walte (1673-1725), Johannes (1675).

Johannes Jelles en Hylck Johannes

It is mei ús Johannes Jelles in frjemd gefal; hy hat trije kear troude west mar krige pas in neiteam fan seis soannen by syn tredde frou, doe't er nei alle gedachten al âlder wie as 60 jier. It liket ûnwierskynlik mar wy kinne der net omhinne. Neidat syn erfskip yn 1687 omparten wie ûnder de seis bruorren, bruts in konflikt út tusken de âldste soan Jelle Johannes en Wybe Jetses; harren beide heiten, Johannes Jelles en Jetse Wybes, hienen eartiids in kontrakt ôfsletten oer de hier fan lân.⁵⁰

Yn de oanhef fan de prosesstikken stiet it sa: *Jelle Johannes tot Burghwert voor een sestepart mede-erffgenaam van zijn wijlen vader Johannes Jelles, die erffgenaam was van Hijlck Johannes*. Jelle Johannes ûndertekenet de prosesstikken op 8 desimber 1687 mei Jelle Johannes Dijkstra. Hy wenne op dat stuit noch yn Burchwert – hy wie yn 1685 troude mei Aefke Hessels Pettinga fan Burchwert – mar wenne letter wer yn Diken. De boelskieding tusken de seis bruorren hie west op 30 septimber 1687; dêr komme wy aanst noch op werom.

48 Autorisaasjeboek HAS 31 (d.d. 30-09-1705).

49 Autorisaasjeboek HAS 31 (d.d. 26-10-1726); by fersin stiet der 'wijlen Cornelis Cornelis bestevader...'

50 Prosesstikken DON 31 125-131 (d.d. 8 des.1687 - 1 maart 1688).

Ut it boppesteande docht bliken dat Johannes Jelles, de heit fan de seis soannen, yndie trouw west hat mei Hylck Johannes út Goaiïngaryp, en wol op 12 oktober 1620 foar it gerjocht fan Doanjewerstal. Johannes Jelles wenne op dat stuit yn Legemar. Mooglik hienen sy ien of mear bern dy't jong stoarn binne, want it erfskip fan Hylck is hielendal oergien op Johannes. Johannes sil dus berne wêze om 1600 hinne of faaks noch wat earder.

Johannes Jelles en Jantsje Edes Solstra

Op 8 maaie 1651 troude Johannes foar de twadde kear mei Jantsje Edes Solstra út Diken by Langwar. Johannes wenne op dat stuit yn Ousterhaule. Jantsje wie in dochter fan Ede Edes Solstra (†1653) en Sjouk Idserts van Solckama (†1656) en soe om 1634 hinne berne wêze.⁵¹ Jantsje wie dus fan goede komôf en wie noch mar hiel jong doe't sy troude. Sy krigen yn alle gefallen bern, dy't neamd wurde op de grêfstien fan Jantsje. Op Jantsje har grêfstien stiet: *Ao 1658 den 3 october is in den heere gerust die eerbare en seer duchsame Jantjen Edesdr die echte huisfroue van Johannes Jelles olt omtrent 24 jaer en leit alhier met haer twe kindr begraven.*

Hoe âld dy bern wurden binne stiet der net by mar in soan Ede Johannes libbe yn alle gefallen noch yn 1673.⁵² Dizze soan Ede erfde dat jier fan syn omke Eduardus Solstra, mar it die bliken, omke Eduardus hie noch in skuld fan 160 karolusgûne by syn eardere tsjinstfaam Frouck Willems fan Snits. Earder al – op 9 jannewaris 1673 – hie Eduardus 100 karolusgûne liend fan Frouck Willems.⁵³ Der moat wol in spesjale bân tusken beide famyljes west ha, want yn 1676 liende de tredde frou fan Johannes Jelles – yntuskentiid ek al wer widdo wurden – fan dyselde Frouck en har broer Symen Willems, master bakker yn Snits, 200 karolusgûne.⁵⁴

Fan dizze soan Ede Johannes hearre wy fierders neat, dat mooglik is hy net sa âld wurden.

Nei de dea fan syn skoanheit Ede Edes yn 1653 hat Johannes Jelles nei alle gedachten syn pleats yn Diken (stimnûmers 18 en 19) oernommen. Johannes Jelles wie sawat 60 jier en nei alle gedachten net ûnbegoedige mar hie yn 1658 mei wissens noch mar ien erfgenamt (dy't nei alle gedachten net âld wurden is). Dêr soe mei gauwens feroaring yn komme!

Johannes Jelles en Tryntsje Wybrens

Op 2 maaie 1660 troude Johannes Jelles foar de tredde kear: mei Tryntsje Wybrens, dochter fan Wybren Romkes (Hentinga) en Wyts (van) Hettinga fan Teroele. Johannes sil goed 60 jier âld west ha, Tryntsje goed 20. Nettsjinsteande dit grutte ferskil yn jierren liet Johannes der gjin gers oer groei: yn goed 15 jier tiid krigen sy yn alle

-
- 51 De Walle, Diken [1024]; der stiet by fersin dat Johannes Jelles yn 1632 berne is.
52 Hypoteekboek DON 124 fol. 349 (d.d. 29-06-1673).
53 Hypoteekboek DON 124 fol. 350 (d.d. 09-01-1673).
54 Hypoteekboek DON 124 fol. 352 (d.d. 20-06-1676).

gefallen seis soannen: Jelle, Romke, Willem, Jurjen, Walte en Johannes. Yn dizze folchoarder wurde de seis bruorren neamd by de boelskieding. Walte is nei alle gedachten berne yn 1673; op 4 april 1698 wie hy mearderjierrich.⁵⁵ Omdat Johannes Jelles om 1675 hinne stoarn is, sil de jongste soan Johannes nei him neamd wêze.⁵⁶ Nei Johannes syn dea is Tryntsje Wybrens ferhuze nei har eigen pleats yn Teroele, dêr't sy hikke en tein wie (Hentinga; stimnûmer 2); soan Jelle Johannes waard boer yn Diken. Johannes Jelles hie blykber gjin testamint neilitten: syn erfskip (*ab intestato*) waard op 30 septimber 1687 ûnder de seis soannen omparten.⁵⁷ It hiele erfskip waard yn trije lotten ferdielt en waard sa ûnder de trije pearen omparten:

Romke en Walte krigen de pleats yn Ousterhaule (stimnûmer 22), brûkt troch Romke sels (sjoch hjirfoar ek nûmer 12);

Willem en Jurjen krigen in pleats yn Broek (stim 9, ferhierd oan Claas Andrys) en in pleats yn Sondel (ferhierd oan Ybe Doies);

Jelle en Johannes Johannes krigen in pleats yn Diken (stimnûmers 18 en 19; letter bewenne troch Jelle), in twadde pleats yn Sondel (bewenne troch Cornelis Dircx) en noch in fjirde fan in pleats op Tsjerkgaast.

De akte waard ûndertekene troch Jelle Johannes Dixtra en Juryen en Romcke Johannes; nei alle gedachten wienen sy mearderjierrich en fâd oer harren minderjierrige bruorren. Yn alle gefallen wie Romcke oant 1698 fâd oer syn broer en partner Walte.⁵⁸ Yn 1698 docht bliken dat Willem stoarn is – syn oanpart yn de pleats te Broek waard omparten ûnder de oare fiif bruorren en harren mem Tryntsje Wybrens – en fan Johannes Johannes reitsje wy it spoar bjuster; hy is mooglik ek jong ferstoarn sûnder bern nei te litten. Fierders is it opfallend dat Jelle (†1746), Walte (†1725) en Jurjen (†1750) roomsk wienen en nei alle gedachten Romke ek, mar syn beide soannen binne oergien nei it grifformearde leauwe, en syn beide dochters waarden dopersk.

Tryntsje Wybrens, widdo Pecama

Dat Tryntsje Wybrens bûten it erfskip fan Johannes Jelles bleau, hat har net oan de biddelsek brocht; sy wie sels in begoedige frou. Yn 1698 hie sy trije pleatsen yn besit yn Teroele, Tsjerkgaast en Sint Nyk en noch oandielen yn twa oare pleatsen yn Sint Nyk. Yn 1684 hie sy de pleats yn Sint Nyk kocht fan har omke Inse Romkes Hentinga; it bysûndere is dat sy op dat stuit te boek stie as *echte huisvrouw van de Bysitter Pecama*.⁵⁹ Bysitter Pecama wie Wybe Hylkes Pecama, dy't earder yn 1655 troude west hie mei Wimke Hoteses mar dy wie yn 1676 al stoarn. It eigenaardige is dat dit houlik fan Wybe Hylkes en Tryntsje Wybrens net yn de tsjerkeboeken of proklamaasjeboeken

55 Weesboek DON 72 (d.d. 04-04-1698; N. Tagong 13.108 aktenr. 104).

56 Hypotheekboek DON 124 fol. 268 (d.d. 27-05-1675) resp. fol. 350 (20-06-1676).

57 De ozjinele akte fan skieding hat de skriuwer net weromfine kind yn de argiven fan DON mar hy hat in fotokopy.

58 Weesboek DON 72 (d.d. 04-04-1698; N. Tagong 13.108 aktenr. 104).

59 Resesboek DON 13 fol. 305 (d.d. 23 oktober 1684).

te finen is. Sy krigen sels noch in jonge soan Hans, dy't op 12 april 1684 doopt is op Langwar. Yn 1696 blykt Wyb Hylkes Pecama stoarn te wêzen.⁶⁰

Yn 1698 buorke Tryntsje noch altyd sels yn Teroele op har eigen pleats. Dêrnei hearre wy neat mear fan har.

28. Kerst Aukes, stoarn nei 1677, troude 1. De Jouwer 22 septimber 1639 mei Geese/Geys Annes fan De Jouwer, stoarn om 1648 hinne.

Bern: Symen, Wyb (†1644), Wyb (1647).

Troude 2. De Jouwer 15 oktober 1648 mei

29. Dieu(ke) Jans, berne om 1620 hinne, stoarn 1663/65(?).

Bern: Geys (1649), Neelis (1650), Aucke (1652), Aucke (1658), Aucke (1659), Jan (1662), Jan (1663).

Karst Aukes en Gees Annes

Karst (of Kerst) Aukes troude op 22 septimber 1639 yn de grifformearde tsjerke op 'e Jouwer mei Geese (of Geys) Annes; beide kamen fan De Jouwer. Neffens it doopboek fan De Jouwer krigen sy oant twa kear ta in dochter Wyb (1644 en 1647) mar mooglik ek noch in soan Symen.⁶¹ Geys Annes moat om 1648 hinne stoarn wêze want dat jier troude Karst Aukes foar de twadde kear mei Dieuke Jans.

Karst Aukes en Dieuwke Jans

Op 15 oktober 1648 troude Karst Aukes opnij, mei Dieuwke Jans fan De Jouwer. Sy lieten op 'e Jouwer sân bern dope: Geys (1649), nei alle gedachten neamd nei Karst syn earste frou, Neelis (1650), trije kear in Auke (1652, 1658 en 1659) en twa kear in Jan (1662 en 1663). Nei alle gedachten is Neelis (1650) ús lettere Cornelis (sjoch nr. 14).⁶²

Yn 1677 wie Karst sydlings belutsen by in spul tusken syn suster Idske Aukes en in Abraham Jurjens; yn it lidmateboek fan De Jouwer stiet it sa: *Abraham Jurrijaens is met Ytske Aukes over onderlinge twisten veraccordeert, mits dat Karst Aukes binnen twee maanden het graf van Abraham ontledige van een doode die zij daer had laten insetten.*

Wa't Idske yn it grêf fan Abraham beïerdige hie, en wêrom, witte wy net.

30. Jacobus Daniels Keverling, berne om 1630 hinne yn Snits, rektor fan de Latynske skoalle op 'e Jouwer, stoarn nei 1677, troude om 1658 hinne mei:

31. Antje Pieters, stoarn foar 1688.

Bern: Willemke (1659), Petri (1664), Carel (1668), Tryntje (1670) en Grytje/Margritea (1672).

60 Resesboek DON 14 fôl. 205 (d.d. 27-02-1696): *Trijntje Wijbrens wed. Pecama.*

61 Symen Kerstes troude 1666 op 'e Jouwer mei Aet Reincks en sy krigen yn 1666 in dochter Geys.

62 Yn 1695 wie Jan Carstes kurator oer de bern fan Cornelis Karstes (autorisaasjeboek HAS 31, 23-02-1695). Dy Jan krige yn 1691 ek in dochter Dieuwke, lykas Cornelis Karstes.

Jacobus Daniels Keverling en Antsje Pieters

Jacob Daniels wie in soan fan Daniel Keverling en Tryn Jans en soe om 1630 hinne yn Snits berne wêze kinne. Syn doop wurdt net neamd yn de doopboeken fan Snits mar wol dy fan syn broer Johannes (1636) en suster Antsje (1639). Op 4 septimber 1647 waard Jacobus as studint filosofy oan de Universiteit fan Frjentsjer ynskreaun en hy sil doe mooglik in jier as 17 of 18 west ha.

Om 1658 hinne troude hy mei Antsje Pieters en sy krigen op 'e Jouwer yn alle gefallen fiif bern. De âldste, dy't doopt waard op 1 maaie 1659, wurdt net by namme neamd mar omdat sy op 21 febrewaris 1686 troude, sil dat ús Willemke (nûmer 15) west ha.⁶³ Jacobus Daniels Keverling wie rektor fan de Latynske skoalle op 'e Jouwer mar in goed foarbyld foar de jongerein hat er nei alle gedachten net west. Tusken 1663 en 1677 wie hy mear as tweintich kear ûnderwerp fan diskusje op 'e gearkomsten fan de tsjerkeried, meastentiids fanwegen dronkenskap, besites oan herbergen, mar ek wol fanwegen húslík geweld. Hy wie noch net iens sa lang troude en wenne noch mar in jiermannich op 'e Jouwer, doe't it al begûn en hoe! De notulen fan de tsjerkeried fan 22 july 1663 sizze it sa: ... *zijn zeer ergerlijke wandel die hij zoo met dronkendrinken, frequenteren van herbergen en brandewijnhuizen, slaan van zijn vrouw ...*

Kear op kear waard Jacobus it nachtmiel ûntholden, lykas ek syn frou en in inkelde kear ek syn broer Johannes Keverling. Yn hast 15 jier wie it ien litany fan ergernissen, skrobearringen, útslutingen en ûnthâldingen fan it nachtmiel, mar it holp allegear neat. Jacobus Daniels wie in dôfhûdige lêstpost foar de Jouster tsjerkeried. Nei 1677 hearre wy neat mear fan Jacobus, noch fan Antsje Pieters; hie er syn libben dochs bettere of hienen de hearen fan de ried it opjûn? Of mooglik is hy, mei fanwege syn rûzige libbenswannel, jong ferstoarn?

Seisde generaasje

50. Wybrant Romckezn, boer yn Teroele, troude Teroele 13 maart 1636 mei:
51. Wyts (van) Hettinga, doopt Teroele 1607.

Bern: Trijntie (nr. 25).

Wybren Romkes en Wyts van Hettinga

Wybren Romkes wie ien fan de soannen fan Romke Idses en Tryntsje Inses fan Teroele. Op 13 maart 1636 troude hy yn it tsjerkje fan Teroele mei Wyts (van) Hettinga, yn 1607 doopt as dochter fan Walte Benedictus van Hettinga en Jildu Sytses. Sy skaaide út de aadlike Hettinga's fan Teroele alhoewol't har namme net foarkomt yn it *Stamboek van den Frieschen Adel*.

63 Ek by in doop op 01-03-1670 wurdt gjin namme neamd; dit sil Tryntsje wêze, dy't troude op 20-02-1687 (16 jier!) mei Anne Pieters (NH De Jouwer). Willemke troude yn 1686 en sil dus yn 1659 berne wêze.



Teroele mei de states Hettinga en Hentinga (Schotanus 1718)

Feitlik troude Wybren mei syn buorfamke Wyts; hy wie hikke en tein op sate Hentinga, sawat oan de wâl fan de Koufurd, Wyts in eintsje fierderop yn de state Hettinga.

Wybren Romkes wie yn 1640 eigener en brûker fan stimpleats 2 yn Teroele, syn broer Cornelis Romkes, dy't him ek wol Hintinga neamde, wie eigener en brûker fan de stimmûmers 4 en 5 en eigener fan stim 6.

Fan Wybren en Wyts is mar ien dochter bekend: Tryntsje (sjoch nr. 25); sy wie eigener en brûker fan stimmûmer 2 yn Teroele yn 1698. Wannear't Wybren en Wyts stoarn binne, is net te sizzen.

60. Daniel Keverlingh, soldaat te Snits, troude om 1630 hinne mei

61. Tryn Jans.

Bern: Jacobus (~1630), Joannes (1636), Antie (1639), Maria en Grietje.

Daniel Keverling en Tryn Jans

Op 23 novimber 1636 lieten Daniel Keverlingh en Tryntje Daniels in soan Joannes dope yn Snits; op 7 febrewaris 1639 lieten sy nochris in dochter Antie dope, mar doe stie de mem oanjûn as Tryn Jans – nei alle gedachten har echte namme – en doe die bliken dat Daniel op dat stuit soldaat wie, yn it Steatske leger meie wy oannimme. Jacobus (sjoch nûmer 30) en Johannes komme wy letter op 'e Jouwer tsjin. Yn 1675 gie Maria Keverlingh út Snits yn ûndertrou mei Steven Dircks út Snits en yn 1678 troude Grytie Daniels Keverlingh út Snits mei Gerrit Fredricks út Gelderlân. Wy meie oannimme dat dit ek twa dochters fan Daniel Keverlingh binne.

De namme Keverling klinkt net sa Frysk, earder East-Nederlânsk of Dútsk. It is bekend dat it Steatske leger yn de 17de iuw foar om ende by de helte bestie út bútelânske hiersoldaten. Oft Daniel nei syn tsjinsttiid yn Snits hingjen bleaun is, falt neat oer te sizzen; de argiven swije dêroer.

Sânde generaasje

100. Romcke Idses, boer en doarpsrjuchter yn Teroele, stoarn 1614/18, troude foar 1599 mei

101. Trinthie Insedochter, stoarn nei 1621.

Bern: Intse, Cornelis (†1653), Meycke en Wybren.

Romke Idses en Tryntsje Inses

Op 23 febrewaris 1653 waard de ynventaris opmakke fan Cornelis Romckes Hintinga silger, soan fan Romke Idses.⁶⁴ Dêr wurde tal fan dokuminten neamd dy't nijsgjirrich binne foar ûndersteande famyljerelaasjes. It docht bliken dat Romke Idses in soan wie fan Ids Romkes, dy't yn 1578 ien fan de foaroanmanlju fan Teroele wie.⁶⁵ Romke wie (nei alle gedachten rom) foar 30 april 1599 al troude mei Tryntsje Inses. Sy hienen yn alle gefallen fjouwer bern krigen, dy't alle fjouwer neamd wurde yn de ynventaris en fan wa't de houliken ek neamd wurde yn de trouboeken fan Teroele:

Intse Romckesoan troude op 26 maaie 1622 mei Meyn Gatsedochter út Jistergea;

Cornelis Romckesoan troude 1. yn 1624 mei Pier Heerckedochter út Murns en troude 2. op 19 jannewaris 1633 mei Swyts Riemersdokter út Follegea;

Meycke Romckedochter troude op 14 augustus 1624 mei Eede Idsessoan út Sleat; sy makke testamint 13 aug. 1636;

Wybrant Romckesoan troude op 13 maart 1636 mei Wyts Hettinga út Teroele.

Yn 1614 kochten *Romcke Idssoon, dorprechter tot Oele ende Trincke Inthiesdokter* de helte fan in pleats op Tsjerkgaast, *by Jethie Simens nu ter tijdt als meier gebrueckt, met de huisinge, hoiberg, watermeulen, hovinge, beplantinge ... met oock den gerechte helfte van de gerechtheit van de visckerie, Sypckegravinge genaamt, streckende uut Sloomanningemeer in Isckenhuistermeer met den gerechte helfte van vordere annexen ende gerechteden van focksettinge in Isckenhuistermeer ...*⁶⁶

Fjouwer jier letter fersocht Tryntsje Inses, *d' weduwe van w. Romke Idses, als moeder ende legitima tutrix over haer kynderen* en sa as sibbe fan ferkeapster it near by de ferkeap troch Trynke Douuedr, widdo fan Claes Harmens, fan in pleats te Teroele.⁶⁷ Eede Rinnerts miende dat hy as eftersusterling neier besibbe wie. Romcke Idses is dus stoarn; de soan Intse folge him op as doarpsrjochter van Teroele.⁶⁸

By syn ferstjerren yn 1653 wie Cornelis Romckes Hintinga sels bysitter (*mederechter*) fan Doanjewerstal; út ien en oar docht bliken dat it Romcke-Idsesfolk fan Teroele in

64 Boedelynventarissen DON 53 193 (d.d. 23-02-1653).

65 Personiele Ymposysje 1578: Jets Romckes betellet 2 kg. oan belesting, op twa nei de heechste.

66 Proklamaasjeboek DON 102 (d.d. 24 maart 1614).

67 DON 112 fol. 12 (1618).

68 Proklamaasjeboek DON 103 fol. 296 (d.d. 8 maart 1622).

fin mear hie as in bears en dat de soan Wybren samar trouwe koe mei in telch út it ferneamde Hettinga-laach.

102. Walte Benedictus van Hettinga, bysitter yn Doanjewerstal en folmacht, stoarn 26 maart 1623, troude mei:

103. Jildu Sytzes (Wierda), stoarn 9 septimber 1656.

Bern: Bendix (1601), Lyckel (1603), Eets (1603), Wyts (1607), Tiete (1619-1680), Epe (†1682), Sytse.

Walte Benedictus van Hettinga en Jildu Sytzes (Wierda)

Walte Benedictus (Benedix) van Hettinga sil om 1570 hinne berne wêze op Hettingastate yn Teroele. Hy troude mei Jildu Sytzes (Wierda) en sy hawwe yn alle gefallen fiif bern dope litten yn Teroele: Bendix 6 desimber 1601, Lyckel maaie 1603, Eets novimber 1603, Wyts 1607 en Tiete 1619. Fan Epe witte wy allinnich de stjerdatum (12 maart 1682) en Sytse wie yn 1650 tsjûge by de doop fan in soan fan syn broer Tiete.⁶⁹ Walte hat de state Hettinga erfd fan syn omke Epe, dy't om 1582 hinne stoarn is.

Yn 1606 wie Walte fâd oer Ede, dochter fan syn sweager Joast Wyarda.⁷⁰ Yn 1610 en 1618 wie Walte bysitter fan Doanjewerstal.⁷¹

Walte van Hettinga is stoarn op 26 maart 1623 en Jildu Sytzes op 9 septimber 1656; beide binne yn Teroele te hôf brocht.

Achtste generaasje

200. Ids Romckes, berne om 1530 hinne yn 'Teroele as soan fan Rompke Sipkes en Ricxt, stoarn 1611/1617, foar 1571 troude mei

201. Mey Broers, foar 1607 stoarn.

Bern: soan Romcke en dochter Rixt.

Ids Romkes wurdt in kearmannich neamd yn de opmakke ynventaris van syn pakesizzer Cornelis Romkes Hintinga.⁷² It gie om net neier omskreaune keapbrieven út de jierren 1587, 1589, 1592, 1594, 1596, 1598, 1602 en 1603; in 'scheidellbrief' tusken him en Eelck Broers út 1580, en in 'wandelbrief' tusken him en Sytse Auckes út 1591. Yn 1578 droech hy (Jets Romckis) twa karolusgûne by oan de personele ymposysje – in belesting op lúkse klean – en hearde dêrmei mei Anne Tyercks (Solckema, 12 karg.) en Tete Waltis (Hettinga, 3 karg.) ta de top trije fan Teroele.

69 Sytse is op 15-12-1650 tsjûge by de doop fan Benedictis, soan fan syn broer Tiete Waltes Hettinga.

70 HvF 16707-372 d.d. 25-06-1606. Dizze dochter troude 21-08-1614 te Langwar mei Feddo Ringnarda, siktaris fan Doanjewerstal.

71 Hypotheekboek WYM 82 (d.d. 18-08-1610) en GJB 1998 side 61.

72 Boedelynventarissen DON 53 193 (d.d. 23-02-1653).

204. Benedictus Waltez, stoarn 1580, troude mei

205. N. Wybrens van Waltinga.

Bern: Ida (1589-1627), Dieuwer († nei 1624) en Walte (†1623).

Benedictus Waltez en N. Wybrens van Waltinga

Yn de literatuer komt Benedictus troch fersin in kearmannich foar as Gerrit. Sa stiet yn de Atlas fan Schotanus (1664) ûnder Teroele: *In tyden van 't oorlogh werde hier doorschoten de Grietman Tiete Waltes Hettinga met syn broeder Gerrit/ door de Soldaten van Hopman Snater/ liggende in de besettingh in Sloters-chans*. De Tegenwoordige Staat van Friesland (diel III side 497/498) nimt dit hast letterlik oer mar seit oer Tiete dat er as *Substituit Grietman* fan Doanjewerstal oansteld wie. Faaks is dit fersin yn âlde tiden ea ûntstien fanwegen in ferkearde transkripsje fan de namme Bendix, in somtiden brûkte ôfkoarting fan Benedictus.

Benedictus is berne op Hettinga yn Teroele en troude mei N. Wybrens van Waltinga. Sy krigen trije bern:

Ida (1589-1627), Dieuwer († nei 1624) en Walte (†1623).

Op 31 oktober 1580 soenen Tiete en Benedictus Hettinga deasketten wêze by Sleat. It wie it jier dat Fryslân oergie nei it kamp fan de Opstân; steedhâlder Rennenberg die in útfal yn de súdwesthoeke fan Fryslân. By skermutselingen by Sleat binne de beide bruorren dêr blykber om 'e hals komd.

Nei de dea fan Tiete en Benedictus gie Hettingastate yn Teroele oer nei in oare broer, Epe. Dizze Epe moat om 1582 hinne ek stoarn wêze, sûnder bern nei te litten mar wol in net datearre testamintûntwerp: *dat myn vaders staten blyven (sall) an het sibste bloedt ende nimmermeer noch in der eeuwichyit niet an een vremde graad sterven, want die sate behoort ende sall blyven aen het geslachte van Walte Benedix Hittingha, omdat het een vrinde huys sall blyven*. Sadwaande kaam Hettinga yn hannen fan Benedictus' ienige soan Walte (sjoch nr. 102).

Nei de hommelse dea fan Benedictus yn 1580 waard syn sweager Hancke Reyns as fâd oer de bern oansteld.⁷³ Yn 1604 wennen de trije bern, nei alle gedachten mei harren mem, noch altyd op Hettingastate yn Teroele.⁷⁴

Ta beslút

Foar it foar- en neigeslacht fan 200. Ids Romckes en 201. Mey Broers: sjoch *Genealogysk Jierboek* 2017, Memorie van Hoytema, side 131-132.

Der is noch folle mear te finen oer it aadlike geslacht fan de Hettinga's mar wy litte it hjirby. Wa't dochs mear witte wol kin de neifolgende boarnen rieplachtsje:

Sible Sjoerd Nicolaas Hettinga, zijn Friese kwartieren, Dronrijp 2015, kertier 4.268/4.269
<http://www.simonwierstra.nl/HETTINGA.htm>

73 HvF 16700-233 d.d.1583 en HvF 16701-160, 168 d.d.1585 en HvF 16702-9 d.d. 1586.

74 HvF 16484 d.d.14-7-1604.

Appendiks

Yn de ynlieding is útlein dat by it sykjen nei de foarâlden fan Johannes Pieters, de nr. 44 út de kertiersteat Van der Hoff, lange tiid in falsk spoar folge is: hy kin by neier ynsjen net ûnderbrocht wurde by de Sevensma's fan Sleat. Hoe koe it safier komme en wêr moat dizze Johannes Pieters dan wol te plak brocht wurde? Dy fragen komme hjir koart op it aljemint.

Werom nei de nrs. 44 en 45 út de kertiersteat Van der Hoff:

Johannes Pieters, berne om 1750 hinne, stoarn Jistergea 17 febrewaris 1801, boer te Jistergea, trouw 1. r.k. De Lemmer 29 april 1781 mei Trijntje Ybes, berne Jistergea 27 july 1754, dêr stoarn 16 april 1794, dochter fan Ybe Nolles en Afke Pieters.

Bern:

- Trintje, 21 maaie 1782 ('*peet*': Jeltje Piters);
- Afke, 5 maaie 1784 ('*peet*': Claske Ibis);
- Peter, 26 septimber 1786 ('*peet*': Sipke Piters);
- Ibe, septimber 1789 (gjin peter of tsjûge neamd);
- Maike, 14 maart 1792 ('*D.P.*' of '*P.P.*?': Femme Ibes);

trouw 2. gerjocht Lemsterlân 8 oktober 1797 mei Rinske Lubberts (van Asma), doopt r.k. Follegea 1 septimber 1759, stoarn Warkum 24 april 1837, widdo fan Andries de Lange (†1793), dochter fan Lubbert Johannes en Remke Joannes Assema.

Bern:

- Sipkjen, 11 septimber 1798 ('*susc*' Jeltie Pieters).

It falske spoar

De doop fan Johannes Pieters is net yn de argiven te finen, dat wy binne oanwiisd op oare boarnen wat syn komôf oanbelanget. Johannes Pieters en Tryntsje Ybes hawwe fiif bern krigen en harren nammen en dy fan de doophâlders – yn it roomske doopboek fan de Lemmer '*peet*' neamd – kinne wy mei oan 'e slach. De *twadde* dochter waard nei Tryntsje Ybes har mem Afke neamd en har suster Klaske Ybes wie peetmuoike. De *âldste* dochter Tryntsje soe dus neamd wêze kinne nei Johannes syn mem, dy't dan foar 1782 mooglik al stoarn wie en dêrom as earste ferneamd waard. It leit yn 'e reden dat peetmuoike Jeltsje Pieters dus in suster is fan Johannes. By de beide soannen waard wòl de gewoane folchoarder fan it ferneammen oanhâlden: earst in Pieter, dan in Ybe. Sipke Pieters sil dan wol in broer fan Johannes wêze.

Hoe leit it lân der no hinne? Wy moatte op 'e sneup nei in Pieter en in Tryntsje, dy't in soan Sipke en in dochter Jeltsje krigen hawwe; Tryntsje soe foar 1782 al stoarn wêze. Sa'n Pieter en Tryntsje binne samar fûn: de nrs. 2 en 3 fan de kertiersteat Sevensma. Foar de dúdlikens folget hjir in koarte gearfetting:

Yn 1747 troude Pieter Sipkes fan Sleat mei Tryntsje Wybrens fan Ousterhaule. Yn 1749

krigen sy in soan Sipke. Yn 1755 troude Pieter Sipkes foar de twadde kear mei Aukje Jochums – Tryntsje Wybrens is dan dus al stoarn – en dat selde jier noch kaam der in Jeltsje op 'e wrâld. En noch binne wy der net. De soan Sipke Pieters stoar yn desimber 1791 by in slim ûngemak op see; it kin hast gjin tafal wêze dat in dochter út Johannes Pieters' twadde houlik Sipkje hjitte, en dat alwer Jeltsje Pieters peetmuoike wie.

It passet allegearre as in kaai yn it slot en dochts bliuwe der twivels. As earste: wêrom is de berte fan Johannes net te finen? In folle grutter probleem is lykwols de religy: Pieter Sipkes en syn soan Sipke Pieters wienen sûnder mis grifformearde, wienen sels lidmaat yn Sleat, wylst Johannes Pieters roomsk troude en syn bern roomsk dope litten hat op 'e Lemmer. Kin immen – yn dit gefal Sipke Pieters – dy't yn 1777 belidenis die en yn 1790 noch as lidmaat fan de grifformearde tsjerke ynskreaun stie, tagelyk yn 1786 peetomke west ha by in roomske doop? Ek al wienen op 'e ein fan de 18de iuw de skerpste kantsjes fan de tsjinstellings tusken roomsk en protestantsk der al wat ôf, soe in pastoar soks samar billikje kinnen ha? It liket ûnwierskynlik, mar no moat sein wurde dat pastoar Johannes Harmanus Stalmeyer fan De Lemmer in frjemde ein yn it bit wie, dêr't sels de biskop fan Utert him tsjinoan bemuoid hat.⁷⁵ Fanwegen in grutte krapte oan geskikte pastoars wie hy yn 1751 fanút it Dútske Lingen nei De Lemmer ta stjoerd, mar hy koe of woe de Nederlânske taal net leare. De lju seagen him mei de nekke oan, mar dochs is hy oant syn dea yn 1788 op syn plak bleaun. Mei sa'n behyplike kommunikaasje wie 't fansels gjin grutte keunst en hâld dy eigensinnige âld pastoar foar de gek! Faaks wist hy net iens dat Sipke Pieters lidmaat yn Sleat wie, sa wie de ûnderstelling.

In lêste oanwizing dy't foar ús de trochslach joech om dit spoar te kiezen, wie in fermelding yn de Sonttolregisters. Net allinnich de heit Pieter Sipkes wie kofskipper op 'e grutte feart mar ek de soan Sipke Pieters. Sy wurde beide mannich kear neamd yn de Sonttolregisters en dêrby tuge sy harren nammen op mei de skaainamme *Sevensma* (of farianten dêrfan). Ien kear, op 22 septimber 1786, waard as skipper neamd *Joh. Peters Sevensma*, dy't – lykas syn ûnderstelde broer Sipke – op in skip farde mei as thúshaven Brugge. Soe Johannes Pieters foar ien kear syn broer Sipke ferfongen ha as skipper? De reden soe wêze kinne dat krekt ien wike earder (op 15 septimber 1786) it hûs fan syn

75 Archief Aartsbisdom Utrecht VIII, side 374: oersetting út it Latyn troch prof. Hans Mol: *De eerwaarde Joannis Stalmeyer bekleedt sinds 1751 het pastoraat [van Lemmer e.o.]; hij is afkomstig uit het district Lingen en is hierheen gezonden toen men [in Friesland] een groot gebrek aan priesters had. Deze pastoor schijnt zijn moedertong [het dialect van zijn geboortestreek] niet te kunnen veranderen; het is een tongval die in heel Nederland maar dan toch wel vooral in deze regio geminacht, ja zelfs gehaat wordt, zodanig dat hij bij de katholieken schaamte en afkeer [letterlijk: misselijkheid] opwekt, en bij de overigen hoongelach, en wel zozeer dat het te wensen ware [of overwogen zou moeten worden] om wanneer er ergens in het district Lingen een statie vrijkomt, hem daarheen terug te zenden, zodra hij dat zelf ook in het bijzonder zou wensen; daar kan hij zijn talenten, die voor het overige goed zijn, veel vrucht dragen, wat hier vrijwel niet het geval is.*

ferstoarne heit Pieter Sipkes Sevensma op 'e buorden stie by in iepenbiere ferkeaping yn Sleat. Nei alle gedachten hat Sipke dêr as âldste soan by oanwêzich wêze wold. Op 26 septimber 1786 wie Sipke Pieters yn alle gefallen thús yn Fryslân. Op dy dei waard Johannes Pieters ommers heit, krekt doe't er mei it skip ûnderweis wie fan Windau (Letlân) nei Brugge en Sipke Pieters wie peetomke by de doop!

De bysûndere skaainamme Sevensma jout wol oan dat Sipke Pieters en Johannes Pieters nei alle gedachten bruorren binne, en dat Johannes Pieters in soan is fan Pieter Sipkes (1723-1786) en Tryntsje Wybrens (1721-1750/1754), sa wie de útkomst. Johannes soe neamd wêze nei Tryntsje har âldste broer Johannes Wybrens.

Krinkels yn it tou

Twa dagen foar de *deadline* fan de kopij kaam Anne Hielke Lemstra fan de Lemmer mei twa akten op 'e proppen dy't soargen dat der oan de needrem lutsen wurde moast. By de ferdieling fan de neilittenskip fan Wybren Romkes en Janke Cornelis (nrs. 6/7 fan de kertiersteat Sevensma) yn 1766 docht bliken dat Sipke Pieters, soan fan de útlannige Pieter Sipkes, skipper te Sleat, foar 1/7 part harren erfgenamt wie.⁷⁶ Dat kin útkomme, want fan alle dopelingen fan Wybren en Janke, útsein de jong ferstoarne Romke en Dieuke, wurde om 1750 hinne wol spoaren oantroffen en dat binne der sân. Dat betsjut dat Sipke Pieters Sevensma blykber de iennige soan fan de ferstoarne Tryntsje Wybrens wie en dus net in folle broer Johannes hawwe koe; healbroer soe lykwols noch kinne ...

Mar der wie mear. Yn 1777 ferhuze in Pieter Sipkes fan Tsjerkgaastr nei De Lemmer.⁷⁷ Yn 1787 waard hy opfolge troch Sipke Pieters as hierder fan lân dat yn eigendom wie fan grytman Andringa de Kempnaer.⁷⁸ It sil dúdlik wêze dat Pieter Sipkes en Sipke Pieters nei alle gedachten heit en soan wienen en buorkerij hiene by De Lemmer. Op 24 augustus 1797 rekke Sipke Pieters wei sûnder bern nei te litten.⁷⁹ Erfgenamten wienen syn broer Johannes Pieters fan Jistergea en Jeltie Pytters, frijfaam fan de Lemmer! Dêrút die sûnder mis bliken dat wy mei ús Johannes Pieters, boer te Jistergea, hielendal op it ferkearde spoar sieten. Lokkigernôch koe it artikel oer de Sevensma's rêden wurde troch net Johannes Pieters mar Sipke Pieters Sevensma as kertierdrager oan te nimmen.

It twadde spoar

Hoe tafallich kin it wêze dat binnen in straal fan minder as 10 km yn in selde tiidrek – lit ús sizze fan 1750 oant 1790 – twa famyljes tahâlde mei eksakt deselde nammen: in heit Pieter Sipkes mei – sa't it like – twa soannen, Sipke en Johannes, en ien dochter Jeltsje. De kertieren fan Pieter Sipkes Sevensma binne yn it foargeande

76 Weesboek HAS 45 fol. 119 (foto 161).

77 Personiele kohieren LEM.

78 Reëelkohieren LEM, De Lemmer nr. 132 (1787).

79 Kollateraalboek LEM 53 fol. 17 (1-11-1797).

artikel wiidweidich beskreaun mar hoe sit it no mei dy oare Pieter Sipkes waans pakesizzers yn 1811 de skaainamme De Winter oannamen?

It is te koart dei dit krekt sa wiidweidich op 'e priemmen te setten as fan de Sevensma's, dat wy litte it by in 'quick scan'. Wy moatte opnij op 'e sneup nei in Pieter en Tryntsje, it leafst fan it roomske leauwe, dy't in soan Johannes, in soan Sipke en in dochter Jeltsje krigen hawwe. Tryntsje soe foar 1782 stoarn wêze. Dat is net ienfâldich, oars hienen wy dizze famylje al folle earder fûn.

De famylje mei de bêste papieren is:

Pieter Sipkes, trouw Wâldsein 8 jannewaris 1741 mei

Trijntje Symens, beide fan Ypekolsgea. Bern: Antje, doopt r.k. Wâldsein 1 jannewaris 1755.

Grifbinne der tusken 1741 en 1755 noch mear bern op 'e wrâld kommen en dat soenen samar in Sipke, in Johannes en in Jeltsje west hawwe kinne. Yn it r.k. doopboek fan Wâldsein binne mar inkelde dopen fan 1754/55 optekene, dêrnei begjint it pas wer yn 1762. Yn it kwotisaasjekohier fan Ypekolsgea (1749) stiet ommers 'Pytter Sipkes, redelijk boer'; der wienen op dat stuit fjouwer folwoeksenen en twa bern jonger as 12 jier.

Pieter Sipkes soe in soan wêze kinne fan:

Sipke Pieters, fan Ypekolsgea, stoarn foar 16 desimber 1738, trouw 1. Wâldsein 2 augustus 1705 mei Antje Dirks, fan Wikel, stoarn foar 5 maaie 1719.

Trouw 2. Wâldsein 5 maaie 1719, mei Trijntje Jans, fan Ypekolsgea, stoarn foar 16 desimber 1738.

Bern: Dirk (1723), Johannes (1730), Hendrik (1733).⁸⁰

Sipke Pieters is yn 1698 eigener fan stim 5 te Ypekolsgea en yn 1728 brûker fan stim 2 en 5 te Ypekolsgea.

Der sil noch wol wat ûndersyk dien wurde moatte, bygelyks: is dizze Pieter Sipkes nei 1749 nei Tsjerkgaast ferhuze, is syn frou Tryntsje Symens foar 1782 stoarn en wat it wichtichste is, hawwe sy in Sipke, in Johannes en in Jeltsje krigen. It sprekt foar himsels dat dêr op dit stuit gjin tiid foar wie.

Wy moatte it hjir earst by litte.

80 Autorisaasjeboek WYM 35, 16-12-1738.

... Υρkjε

Ypkje

Ynlieding

Sa't guon lêzers witte sille haw ik in protte niget oan de befolking fan Tytsjerksteradiel, benammen dy fan foar 1811. Ik mei in soad ynwenners ta myn foarâlden of famylje rekkenje. Dat jildt net foar de famylje dy't it ûnderwerp is fan dit artikel. Tidens redaksjewurk oan in artikel foar in eardere edysje fan dit *Jierboek* foel myn each op Evert Sioerts (Haxta, yn dit artikel generaasje IV), boer te Eastermar, mar ôfkomstich fan Tersoal, dy't yn 1633 op it skavot te Ljouwert ûnthalze waard fanwegen in deaslach yn 1617 te Reduzum. De tekst fan it fûnis is ôfprinte yn de bylage. Ype Brouwers wist in protte fan syn foarteam en stelde syn gegevens romhertich ta myn beskikking.

De mem fan Evert Sioerts hiet Ipcke, ek wol Eepke, Ipck ensfh. De nammethesaurus fan Tresoar telt op dit stuit 129 farianten. Evert hie ek in dochter Ipck, letter skreaun as Ypck; yn lettere generaasjes waard it Ypkje.¹

Evert skaaide ôf fan einierde boeren; syn oerbeppe wie út it slachte Aylva, dat ta de adel rekkene wurdt. Dochter Ypck troude mei in boer, mar har neiteam hearde meast ta de arbeidersstân. Ien fan har ôfstammelingen is de ferneamde Mata-Hari.² Yn dizze bydrage haw ik besocht in parenteel op te stellen fan Evert syn neiteam oer seis generaasjes (V-X), en de stagen dêr't de namme Ypkje doe noch yn foarkaam noch wat fierder nei ús tiid ta. Om de namme Evert sille jo omdôch sykje yn dy neiteam.

Ien fan myn doelstellings wie ek om op syn minst ien Ypkje yn libben te finen dy't ôfskaait fan Evert Sioerts. Oant no ta is my dat noch net slagge, mar ik hoopje dat it meikoarten nochris foarinoar komt. Fanwegen privacy-wetjouwing falt it net ta om gegevens op te fandeljen fan de jongste tiden. Ik haw noch wol aardich wat fûn mei help fan graftombe.nl (grêfstiennen) en dekrantvantoen.nl (adfertinsjes).

-
- 1 Eins wol in nijsgjirrich ferskynsel, it ferlytsjen fan de foarnammen fan froulju. It krige yn benammen de 17de iuw syn beslach, yn de Súdwesthoeke letter. Ik haw der gjin ferklearring foar.
 - 2 Sjoch generaasje VIIIe, 6 en de noat dêrby.

By it werjaan fan de nammen mei in ‘ij’ of ‘y’ (lykas Sybe/Sijbe, Wytse/Wijtske, Yde/IJde en Hylkje/Hijlkje) haw ik my holden oan de styl dy’t by Tresoar húsriem is: mei in y, ek al stiet it yn de orizjinele akten mei in ij.

Genealogy

I. Gaele Jarichsz, yn 1511 tegearre mei Aelck eigener fan in sate te Tersoal en ien te Poppenwier; wennet 1543 te Poppenwier, is dan eigener fan Haxtahuys te Tersoal, stoarn foar 1550, tr. Lyoets, dan syn widdo, neffens Burmania dochter fan Siurdt Aylva en Syts Walta.³

Ut dit houlik û.o.:

1. Tyam Gaeledr Hes(se)linga, folget II.

II. Tyam Gaeledr Hes(se)linga, tr. foar 1554 Evert Jacobsz.

Yn 1554 prosedearret Euert Jacobsz as man fan Tjam Gaele Hesselingadochter kontra Jarich en Yge Hesselinga, mei fanwege harren broer en suster Sieurt en Gaets Hesselinga.⁴

Yn 1589 prosedearje Syoerdt Heslingha te Folsgeare, Gaele en Deytie Heslingha, mei fanwegen de oare erven fan harren heit Ighe van Heslinga binnen Ljouwert, Hoyttye Syurdtz te Poppenwier fanwegen syn broer Jaerich, Syoerdt Gossez fanwege Ypcke Euertsdrr en Jaerich Hansz fanwegen Trijn Euertsdrr, as easkers tsjin Gaele Tyebezz Heslinga te Poppenwier, nei oanlieding fan oerienkomsten út 1576 en 1584, dy’t troch it Hof yn it foardiel fan de easkers jildich en “executabel” ferklearre wurde.⁵

Yn 1593 keapet Pytrick Tymensdr, widdo fan de boargemaster Frans Jacopz te Boalsert, de helte fan 10 pûnsmiet lân te Skraard yn in stik fan 17 psm, Loytze fenne neamd, en de helte fan 14 einsen dêr, brûkt troch Aucke Hylkez en Aen Douuedr, ferkeapster oanerfd fan har mem Tyaem Heslinga silger, fan Ipcke Euertsdrr, frou fan Syurdt Gossez, foar 300 goudgûne.⁶

Ut dit houlik:

1. Ipck Evertsdrr Hes(se)linga, folget III.
2. Trijn Evertsdrr, tr. Jaerich Hansz.

III. Ipck Evertsdrr Hes(se)linga, tr. foar 1573 Syuert Gossez Haxta; beide noch yn libben 1610.

Yn 1573 prosedearret Syuerdt Gossez as man fan Eepke Euertsdrr, dochter fan

3 P. Noomen en G. Verhoeven, ‘De genealogie van de Friese adel volgens Upcke van Burmania’, ôfl. Aylva, yn: *Gen. Jierb.* 1995 148.

4 HvF 16691 61, 18 des. 1554. It is mar de fraach oft it proses foltôge waard, der stiet oars neat as de nammen fan de partijen.

5 HvF 16703 438, 11 des. 1589.

6 WON 4 219bis (sidenr. 441, fotonr. 220).

Tyam Gale Heslinga dochter, tsjin har omkes Syuerdt en Jarich, soannen fan Gale Heslingha, dy't op Heslingasate te Poppenwier wenje.⁷

Yn 1589 wennet Suidt Gossesz 'nu' te Tersoal op in pleats dêr't Gala Heslinga 4 psm lân út ferkeapet.⁸ Men mei oannimme dat dit Haxta is, hy sil him dêr begjin dat jier nei wenjen set ha.

Yn 1598 keapje Syoert Gossez en Ipcke Ewertsdr te Tersoal 19 psm yn de troch har brûkte Haxta state fan juffr. Doutzen van Heslinga en juffr. Lisch van Heslinga, frou fan Syuck van Winia.⁹

Yn 1607 keapje Suyert Gosses Haxta en Ipck Ewertsdr Hesselinga te Tersoal 13 psm en 3 einsen lân yn Haxta sate, troch har sels brûkt, fan Piter Pitersz en Jets Siuertsdr Hesseling, en Jan Wybesz en Trincke Siuertsdr Hesseling, foar 43 goudgûne it psm.¹⁰

Yn 1652 brocht itselde lân net minder as 128½ goudgûne it psm op!¹¹

Yn 1610 prosedearje Doutien van Hesslingha, widdo fan Tyerck van Herema, en Lisch van Hesslingha, frou fan Syuck van Winia, mei rjocht fan skieding fan de oare erfgenamten fan harren âlden Ige van Hesslingha en Jel Winia, as easkers tsjin Syuerdt Gosses en syn frou te Tersoal, as testamintêre erfgenamten fan harren omke Jarich Hesslingha.¹²

Ut dit houlik:

1. Tiamcke Sioerdts, tr. Jan Tialles.
2. Evert Sioerts Haxta, folget IV.
3. Trijntie Syoerdts Haxta, tr. Lourens Meints.

IV. Evert Sioerts Haxta,¹³ lêst boer op Snakkerbuorren te Eastermar, stoarn Ljouwert (koart nei) 16 febr. 1633, tr. 1. Stijn Wopckesdr; tr. 2. Jantjen Jans,¹⁴ stoarn nei 1678; hja tr. 2. foar 1639 Tiebbe Gerckes, boer op de Tike (1639-1652);¹⁵ dêrnei te Garyp, gie 1656 fallyt,¹⁶ stoarn Eastermar

7 RAU 1 152v, 153, 156v (fotonrs. 158 en 162).

8 RAU 2 335 (fotonr. 319).

9 RAU 3 17, 17v (fotonrs. 19 en 21).

10 RAU 4 238v (fotonr. 248).

11 RAU 10 fol. 238 (sidenr. 401, fotonr. 237).

12 HvF 16709 213, 22 maart 1610.

13 Ik haw him yn de rjochterlike stikken allinnich postúm mei syn skaainamme oantroffen. Yn de Fryske doop- en trouboeken sykje jo om 'e nocht om de namme Haxta.

14 Tinklik kaam sy út de Stellingwerven; yn 1639 stelde Jan Jansen Engelen te Rysberkampen (by Boyl) him boarch foar Tiebbe en Jantjen; in boarch dy't sa fier fuort wennet moat wol neiste sibbe wêze. TIE 90 56.

15 TIE 92 240.

16 TIE 93 134. Der steane noch folle mear skuldbekentenissen op syn namme yn it hypoteekboek.

tusken 1674 en 1678,¹⁷ soan fan Gercke Cornelisz en Stijn Gerritsdr.¹⁸ Tiebbe en Jantjen krigen (û.o.) twa dochters: Stijntje en Bauckje Tiebbes. Yn 1601 ferklearret Gerryt Willemz by Sibrandabuorstersyl dat er fan Evert Syuertz, soan fan Syuert Gossez, oars net as “eere ende vromicheit” wit.¹⁹

Evert waard op 16 febr. 1633 ta de deastraf feroardiele om’t er op 22 febr. 1617 te Reduzum Douwe Tyallings út Friens yn in dronken bui deastutsen hie.²⁰ Hy flechte nei it Amelân, dêr’t hy bûten it berik fan de Fryske justysje wie. Nei ferrin fan tiid naam er it risiko om him wer op it fêstelan te festigjen en struts hy del yn Eastermar. Hy waard dêr boer, troude twaris en krige bern. Op hokker manier hy tsjin de lampe rûn is net bekend. Ein 1632 siet Evert finzen; op syn fersyk waard him tastien “bij den cepier in den camer te mogen weesen, midts gaende in boyens, ende hebbende bij hem een bewaerder tot syne costen, midtsgaders stellende genoechsame cautie voor ‘t ontwijcken, ter somme van vijffhondert golden guldens”. Op 6 des. 1632 stelde Gercke Cornelis, wenjend ûnder Sumar, him boarch foar dit bedrach.²¹

Yn 1643 prosedearje Isbrand Jarichs te Tersoal en Jan Lolckes te Wergea, als manlju fan Diuke resp. Nieske Jans, en Wybrant Tialles en Tiepke Giekema as fâden oer de trije weesbern fan Jan Tialles en Tiamcke Siuerdts, tsjin Gercke Cornelis te Kollum en Wopke Hylkes te Eastermar, as fâden oer de weesbern fan Evert Siuerts, en Trijntie Siuertsdr, frou fan Laurens Meynts te Aldehaske.²² Wat der te rêden wie is my net alhiel dúdlik wurden, yn alle gefal wie der spul oer de eigendom fan lân yn Haxta sate.

Ut it earste houlik:

1. Ypck Everts Haxta, folget V.

Ut it twadde houlik:

2. Tiamcke Everts Haxta, tr. Dyorre Eelckes, mr. weinmakker te Eastermar, stoarn nei 1691; hy tr. 2. foar 1663 Sjouck Rinses, dy’t yn 1691 ek noch libbe.²³

Tiamcke kaam ûnder fâdij fan Gercke Cornelisz, dy’t wy al earder tsjinkamen. Yn 1635 ferkocht hy yn syn funksje as fâd lân te Tersoal, út de neilittenskip fan Syoerd Gosses en Ipck Everts.²⁴ Gercke stie de helte fan in skuorre op Snakkerbuorren te Eastermar en de helte fan it hiem yn 1636 ôf oan Wopcke Hylckes, as fâd fan Ipck Evertsdr, dy’t al eigneres fan de oare helte wie, foar 31

17 Sa blykt út de lidmatelisten fan Eastermar.

18 Gercke en Stijn binne nrs. 7536 en 7537 yn myn kertiersteat, sj. *Gen. Jierb.* 1987 74.

19 RAU 3 253 (fotonr. 268).

20 HvF 7496 237v. Transkripsje yn de bylage.

21 HvF 7496 234v.

22 HvF 16512 773, def. sent. nr. 13 fan 26 maaie 1643.

23 TIE 55 248, 249.

24 RAU 8 398.

goudg.²⁵ Tiamcke wurdt yn 1652 neamd as frou fan Dyorre Eelckes, as hja jild útliene oan har mem en stéheit,²⁶ mar komt letter net mear foar. Foar't neist liet Tiamcke gjin bern nei.

V. Ypck Everts Haxta, stoarn (nei) 1680, tr. (ûndertr. Garyp 26 maart 1654, hy fan Garyp, hja fan Blije) Alle Wierdts, stoarn [Burgum 1669/1670], mooglik soan fan Wierdt Hedsersz en Rints Aeblesdr.²⁷

Ypck kaam ûnder fâdij fan Wopcke Hylckesz te Eastermar. Wopcke wie mooglik har pake, mar dêr is gjin bewiis foar, of Ypck moast al bedoeld wêze mei de doopynskriuwing fan 20 febr. 1642: "Impck, kins kint van Wopcke Hilckes". Dus Wopcke hie wol de âldens om har pake te wêzen; hy wie trouw mei Neel Aedesdr.

By in ôfrekkening yn 1641 moast Wopcke bekenne dat er it jild van Ypck net mear foarhannen hie. Hy hie jild yn bard fan it boelguod fan Evert Sjoerds, fan ferkocht lân te Folsgeare en de ferkeap fan ivige renten. Al mei al bleau hy net minder as 903 goudgûne yn 'e skuld, moast er in skuldbekentenis tekenje en syn lân te Eastermar en Jistrum yn ûnderpân jaan.²⁸ Hy koe wol fâd bliuwe, yn 1643 wie hy noch yn funksje.²⁹ Ypck en har man wennen yn 1657 te Sumar, se moasten doe al jild liene.³⁰ Al earder hie Ypck har eigendommen yn Eastermar, in hûs mei trije ikkers boulân en noch twa kampen, ferkocht oan Wybrant Douwes.³¹ Dat wiist net op goed buorkjen en dy trend sette troch. Ein 1664 wenne it pear yn Feanwâlden en sleaten se in kontrakt mei jr. Sabinus van Wissema oer de hier fan in pleats yn Hurdegaryp. Dy soe St. Piter en maaie 1665 yngean foar 14 jier, foar 100 goudgûnen (f, à 28 stuorren) it jier. Alle soe 1000 karolusgûnen (f, à 20 stuorren) betelje foar de ôfkeap, d.w.s. it boerehûs, de skuorre en de beplanting. Doe't it kontrakt yngie koe Alle dat lykwols net opbringe, hy hie mar f 700 op 'e fingerseinen en moast dêrom f 12-24 mear hier betelje.³² Al yn maaie 1669 liet Alle Wierdts him útkeapje troch Alle Sjoerts en liet er boelguod hâlde.³³

Syn fierdere lot is net alhiel dúdlik. Alle wie gjin lidmaat fan 'e tsjerke, Ypck wol. Sa't wy seagen kamen se yn maaie 1665 nei Hurdegaryp te wenjen; Ypck levere earst twa jier letter har attestasje yn. Op 16 des. 1670 kaam hja te Eastermar mei in attestasje fan Ryptsjerk-Hurdegaryp. Dúmny fûn it wat frjemd, de attestasje wie eins al te âld en bedoeld foar Burgum. Hy die neifraach, mar it wie yn oarder, Ypck hie te Burgum

25 TIE 90 276.

26 TIE 92 320.

27 De namme Hedsers (Hidser) komt letter mear as ien kear foar yn 'e neiteam en komt grif út syn famylje.

28 TIE 90 (hypoteekboek) 270v, 10 okt. 1641. De weesboeken litte it sitte dit oangeande.

29 HvF 16512 773.

30 TIE 94 68v.

31 TIE 93 215 (1656).

32 TIE 95 251.

33 TIE 96 37; idem 97 25v.

nea oan it nachtmiel dielnommen. Alle Wierdts komt yn de stikken net mear foar. Ik nim oan dat hy yn 1669 of 1670 te Burgum ferstoarn is en dat der foar Ypck net folle oars op siet en ferhúzje werom nei har bertedoarp. Se stiet yn 1674 as widdo op de lidmatelist fan Eastermar, wenjend by de Wâl; yn itselde jier liet se har beide bern dope. Yn 1678 komt se net foar op de lidmatelist. Dúmny hat har grif oer de holle sjoen; op 23 jann. 1680 krige se attestaasje nei Drachten. Se waard dêr as lidmaat oannommen 20 maart 1680, "van De Rotteval" stiet dêr,³⁴ en dat is ek it lêste wat wy fan har fernimme.

Ut dit houlik (û.o.):

1. Taetske Alles, folget VIa.
2. Wierd Alles, folget VIb.

VIa. Taetske Alles, berne om 1660 hinne, doopt Eastermar 4 sept. 1674, stoarn nei 1738, tr. Ynse Reiners, berne Grou s. 1653, boer en feanbaas te Noarderdrachten, stoarn tusken 1723 en 1727, soan fan Reyner Lieuwes en Jetske Hendricks.

Ut dit houlik (doopt te Drachten):

1. Jetske Ynses, berne om 1679 hinne, folget VIIa.
2. Alle Ynses, doopt 25 maaie 1681, folget VIIf.
3. Reinder Ynses, doopt 28 sept. 1684, folget VIIf.
4. Keimpe Ynses, doopt 11 okt. 1686, folget VIIf.
5. Ypk Ynses, doopt 8 maart 1689, jong stoarn.
6. Jeltje Ynses, doopt 5 april 1691, jong stoarn.
7. Ypkje Ynses, doopt 25 maart 1694, folget VIIf.
8. Jeltje Ynses, doopt 3 maaie 1696, folget VIIf.
9. Hidser Ynses, doopt 11 des. 1698, jong stoarn.
10. Hidser Ynses, doopt 3 july 1701.
11. Ytje Ynses, twalingsuster fan Hidser; beide tink jong ferstoarn.

VIb. Wierd Alles, doopt Eastermar 4 sept. 1674, tink al in jier as tsien âld, tr. Drachten 17 des. 1693 Sybrich Jiskes, doopt dêr jann. 1675, stoarn nei 1740, dochter fan Jisck Gerryts en Antje Symens.

Hokker berop Wierd útoefene ha'k net fûn, mar it soe my net fernuverje as hy arbeider west hat. Hy die op 17 maart 1702 belidenis te Drachten. Sybrich hie dat al dien 3 maart 1699 (as: Sibrich Wierts) en stiet noch op de lidmatelist fan 1740 te Suderdrachten. Hja krigen tolve bern, dêr't acht fan jong ferstoarn binne; fan de oare fjouwer haw ik net it measte fine kind, ek al om't dy de tsjerke fierhinne mijden.

Ut dit houlik (doopt te Drachten):

1. Antje Wierds, doopt 14 sept. 1694, folget VIIf.
2. Alle Wierds, doopt 22 maart 1696, folget VIIf.

34 Moat wol in fersin wêze, yn De Rottefalle wie doe noch gjin tsjerklike gemeente.

3. Ypk Wierds, doopt 16 okt. 1698, jong stoarn.
4. Ypk Wierds, doopt 21 april 1700, jong stoarn.
5. Ypk Wierds, doopt 11 juny 1702, tink ek jong stoarn.
6. Gertje Wierds, doopt 11 okt. 1705, jong stoarn.
7. Ieske Wierds, doopt 24 nov. 1706, jong stoarn.
8. Iesck Wierds, doopt 1 jann. 1798, jong stoarn.
9. Gertje Wierds, doopt 25 maaie 1710, jong stoarn.
10. Gertje Wierds, doopt 4 sept. 1712, jong stoarn.
11. Geertje Wierds, doopt 25 nov. 1714, folget VIII.
12. Jisk Wierds, doopt 13 des. 1717, tr. Dronryp 25 febr. 1742 Trijntje Tjalles, doe beide fan Dronryp, doopt r.k. Dronryp 18 okt. 1715, dochter fan Tjalle/Tjalling Binnerts en Doetje Andries.

It siet Trijntje Tjalles net mei. Se gie 26 maart 1738 yn ûndertrou mei Johannes Eilofs fan Aldtsjerk, mar dy stoar noch foar de troudei. Jisk is ek net âld wurden, hy wie yn alle gefal yn 1749 al wei. Yn de kwotisaasje stiet: Trijntje Tjalles, een arme vrou, mei ien bern (net yn it doopboek te finen; it hoecht fansels ek net har eigen bern te wêzen).

VIIa. Jetske Ynses, berne [Drachten] om 1679 hinne, stoarn dêr nei 1730, tr. Drachten 30 nov. 1704 Dirck Jurriens, boer te Noarderdrachten, stoarn dêr nei 1730, soan fan Jurrien Jans en Trijntje Dircks.

Jetske komt net foar yn it doopboek fan Drachten, mar neffens Onno Hellinga, dy't fan har ôfskaait, heart sy der wol by.³⁵ Sjoen de ferneamingen kin ik my dêr wol yn lykfine. Dirck die belidenis te Drachten 20 maart 1705 en waard doe ek doopt. Jetske hie al op 12 des. 1702 belidenis dien.

Ut dit houlik (doopt te Drachten):

1. Trijntje Derks, doopt 18 okt. 1705.
2. Jurjen Derks, doopt 26 febr. 1708, jong stoarn.
3. Taetske Dirks, doopt 7 april 1713, folget VIIIA.
4. Jurjen Dirks, doopt 15 nov. 1716, folget VIIIB.

VIIb. Alle Ynses, doopt Drachten 25 maaie 1681, tr. dêr 20 jann. 1704 Grietje Hendriks.

Alle en Grietje diene 14 juny 1708 belidenis te Drachten; sy stiet yn 1740 as widdo op 'e lidmatelist fan Noarderdrachten.

Ut dit houlik (doopt te Drachten):

1. Hendrik Alles, doopt 9 nov. 1704, tr. Trijntje Clases.

Ut dit houlik (doopt te Drachten):

- a. Grytje Hendriks, 7 febr. 1745.
- b. Claas Hendriks, 5 maaie 1748.

35 O. Hellinga, 'Kertiersteat fan Tina Annes Voolstra', yn: *Gen. Jierb.* 1996 116 (nr. 287).

2. Ytje Alles, doopt 5 sept. 1706, jong stoarn.
3. Taetske Alles, doopt 14 okt. 1708, folget VIIIc.
4. Hedser Alles, doopt 15 febr. 1711; stiet yn de kwotisaasje fan 1749 te boek as arbeider en frijfeint te Noarderdrachten.
5. Ytje Alles, doopt 29 okt. 1713, tr. Drachten 15 dec. 1748 Lolke Hendriks, dan beide fan Noarderdrachten.
6. Albert Alles, doopt 4 okt. 1716, jong stoarn.
7. Albert Alles, doopt 8 aug. 1717; tr. mooglik Drachten 14 maaie 1744 Trijntje Andries, hy fan Noarderdrachten, sy fan Beetstersweach.
8. Johannes Alles, doopt 8 aug. 1717, twillingbroer fan Albert.

VIIc. Reinder Ynses, doopt Drachten 28 sept. 1684, feanbaas te Drachten, letter te Bakkefean, stoarn nei 1767, tr. Drachten april 1706 Aaltje Romkes, berne yn De Rottefalle, doopt De Pein 5 des. 1686, stoarn nei 1750, dochter fan Romke Hoeckes en Detje Feickes (ferl. VIIf).

Reinder en Aaltje diene belidenis te Drachten 14 juny 1708. Reinder hie niget oan it tsjerklik wurk en waard op 20 maaie 1720 diaken fan Suderdrachten. Se steane dêr ek op de lidmatelist fan 1740 en waarden 6 des. 1750 te Duerswâld *cum annexis* mei attestaasje fan Drachten oannommen als lidmaten. Mar al foar 1749 wenne Reinder te Bakkefean as feanbaas fan “de heer Burmania”. Dat wie jr. Edzart Hobbe van Burmania (1698-1772), dy’t yn 1755 syn riedshearskip oan it Hof fan Fryslân dellei en him doe ek yn Bakkefean festige. Yn dy snuorje trede Reinder mei tastimming fan de tsjerkerie op as oefenaar.³⁶ Yn 1757 kaam hy yn oanfarring mei de tsjerkerie om’t er him net hâlde oan de betingsten dy’t steld wiene. De tsjerkerie foel der benammen oer dat hy it kollektejild net ôfstie oan de diakenij en skode dit benammen op de “quade aanradinge van de heer Burmannia”. Tsjin Burmania koe de tsjerkerie lykwols net folle útrjochtsje, al wie it allinnich mar omdat dy lidmaat te Ljouwert bleaun wie. It konflikt eindige der begjin 1758 mei dat Reinder it oefenjen ferbean waard.³⁷ Reinder stiet noch op de lidmatelist fan 1767, Aaltje net mear.

Ut dit houlik, doopt te Drachten:

1. Taetske Reinders, doopt 17 july 1707, folget VIIIId.
2. Feike Reinders, doopt 6 des. 1711, folget VIIIe.
3. Wytse Reinders, doopt 29 july 1714, folget VIIf.

VIIId. Keimpe Ynses, doopt Drachten 11 okt. 1686, skipper, tr. 1. Drachten 9 maart 1710 Ytje Gerlofs, doopt Ljouwert 31 maart 1680, dochter fan

36 *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân* (2016) side 1955, lemma ‘Oefenaars’: reformatorische voorgangers zonder officiële theologische opleiding, die in huis, kerk of schuur voor een groep gelovigen ‘oefenden’. Door hun eenvoudige afkomst, persoonlijk charisma, directe preekstijl en warme bevinding hadden deze ‘van God geleerden’ veel invloed.

37 DTB 572, oantekenings yn it lidmateregister.

Gerlof Jansen, bakker, en Rinske Sjoerds; tr. 2. foar 1726 Tjitske Ludsers, mooglik doopt Sumar 29 jann. 1699 as dochter fan Ludser Tjeerds en Aefke Hendricks.³⁸

Keimpe en Tjitske diene yn maart 1726 belidenis op 'e Gordyk en krigen yn july fan datselde jier attestaasje nei Drachten (dêr't de tsjerkeboeken tusken 1720 en 1740 striemin byhâlden binne). Yn 1732 kochten Keimpe en Tjitske in healsliten skip foar 400 gûne fan Petrus Jacobs Nauta, skûtmakker oan de Burgumerdaam. Se komme net foar op de lidmatelist fan Drachten 1740.

Ut it earste houlik:

1. Rinske Keimpes, doopt Drachten 21 febr. 1712, folget VIIIg.

VIIe. Ypkje Ynses, doopt Drachten 25 maart 1694, stoarn nei 1740, tr. Michiel Jurjens, stoarn foar 1740.

Ypkje en Michiel diene 14 sept. 1714 waarden se oannommen as lidmaten te Boarnburgum-Koartehimmen. Se steane dêr noch op de lidmatelist fan 1725, mar binne weromtein nei Drachten. Ypkje is 1740 lidmaat te Noarderdrachten, dan widdo.

Ut dit houlik:

1. Jurjen Michiels, doopt Drachten 6 jann. 1715, folget VIIIh.
2. Syntje Michiels, doopt Drachten 15 maart 1716, jong stoarn.
3. Syntje Michiels, doopt Boarnburgum (of Koartehimmen) 27 febr. 1722, tr. Drachten 6 april 1749 Daniël Dirks, fan Eanjum.

Ut dit houlik:

- a. Michiel Daniëls, doopt Drachten 7 des. 1749.

In Daniël Dirks troude 22 aug. 1734 te Eanjum mei Jetske Lolkes, doe beide fan Eanjum; tegearre krigen se fiif bern. Yn de kwotisaasje (1749) stiet Daniël Dirks te boek as frijgesel te Drachten. Mei't de namme Daniël net folle foarkomt tink ik dat it om deselde persoan giet.

VIIIf. Jeltje Ynses, doopt Drachten 3 maaie 1696, tr. dêr 8 maart 1716 Hoeke Romkes, doopt Oerterp 2 juny 1695, soan fan Romke Hoeckes en Detje Feickes (ferl. VIIfc).

Ut dit houlik (doopt te Drachten):

1. Trijntje Hoekes, doopt 17 jann. 1717, tr. Drachten 5 des. 1756 Teunis Teunis, beide fan Noarderdrachten; se lieten yn Drachten twaris in soan Teunis dope, 1758 en 1760.
2. Baukje Hoekes, doopt 12 july 1722.

38 Ik moat in slach om 'e earm hâlde. Yn 1737 troude te Hurdegaryp Hinne Symens mei in Tjitske Ludsers. Om de tiid soe it deselde Tjitske wêze kinne, mar ik hâld it op in nammegeaoate.

VIIg. Antje Wierds, doopt Drachten 14 sept. 1694, lidmaat te Oerterp (wenne dêr oan de feart), begr. Oerterp 21 maart 1777, tr. 1. Drachten 23 aug. 1722 Pyter Jans; tr. 2. [Oentsjerk om 1740 hinne] Meint Meints, doopt Húns 3 jann. 1697, boer te Oentsjerk, soan fan Meint Jacobs, boer te Húns, bysitter fan Baarderadiel, en Auckje Meintes, widner fan Ytje Alles.

Antje Wierds wenne earst te Oerterp oan de feart, wie dêr 1731 lidmaat en kaam om 1740 hinne te Oentsjerk mei attestaasje fan Oerterp. Letter is sy dêrhinne weromgien, blykber sûnder attestaasje te freegjen. Fan Meint Meints seit it kwotisaasjekohier: “een sobere boer”, 4 persoanen boppe de 12 jier, oanslach £ 25-5. Begjin 1749 wie syn hierkontrakt ôfrûn en waard de pleats fan likernôch 62 psm (dy’t net yn it stimkohier foarkomt; speesjekohier nr. 32) foar f 1250 ferkocht.³⁹ It speesjekohier fernijt ús dat Meinte it in jier besocht yn Mûnein, ek in jier yn Ryptsjerk en doe nei Oerterp teach. Hy is nea lidmaat fan de tsjerke wurden.

Ut it earste houlik:

1. Wierd Pieters, berne Oerterp febr. 1728, folget VIIIi.

VIIIh. Alle Wierds, doopt Drachten 22 maart 1696, arbeider te Suderdrachten, tr. Antje Jans, stoarn dêr begjin 1765.

Op 13 maart 1765 barde de diakonij fan Drachten 4 stuurren foar gebrûk fan it lyklekken foar Alle Wierds widdo.

Ut dit houlik (doopt te Drachten):

1. Jan Alles, doopt 5 jann. 1721, jong stoarn.
2. Jan Alles, doopt 7 maart 1728.

VIIIi. Geertje Wierds, doopt Drachten 25 nov. 1714, stoarn (nei) 1768, tr. Gytsjerk 8 maart 1739 Auke Wybrens, hy fan Gytsjerk, sy fan Drachten, stoarn Oentsjerk 1764/65.

Yn 1743 stiet Auke Wybrens te boek as boer (“huisman”) te Oentsjerk,⁴⁰ mar yn de folkstelling fan in jier letter as “insolvent”, mei in húshâlding fan fiif persoanen. Fierder is der hast neat oer dizze minsken te finen, ek al mei’t hja gjin lidmaten wienen en de bern net dope lieten. Yn de kwotisaasje wurdt Auke net neamd, yn it speesjekohier foar it earst yn 1764 op nr. 44 br, alimentearre. In jier letter wie hy al wei, de widdo wurdt foar it lêst neamd yn 1768 op nr. 14 lk.

Ut dit houlik û.o.:

1. Ypkje Aukes, berne Oentsjerk 1745, folget VIIIj.

39 TIE 104 365; kocht troch Jan Hendriks en Engeltje Bouwes fan Hendrina van Idsinga, widdo fan de advokaat dr. Jacobus Poutsma.

40 TIE 104 6; hy en Gertje binne de pleatslike weinmakker Jurjen Johannes 128 gûne skuldich fanwege leverânsje fan winkelguod en in jildliening.

VIIIa. Taetske Dirks, doopt Drachten 7 april 1713, stoarn dêr nei 1760, tr. Drachten 2 maaie 1734 har neef Jurjen Hylkes, berne Drachten om 1711 hinne, feanarbeider te Drachten, stoarn dêr om 1789 hinne, soan fan Hylcke Jans en Mettie Jurriens.⁴¹

Ut dit houlik (û.o., berne te Noarderdrachten):

1. Durk Jurjens Bijlsma, berne 16 nov. 1735, op belidenis doopt Drachten 5 febr. 1786, arbeider, stoarn as âldfeint te Noarderdrachten 21 jann. 1823. Yn de stjerakte stiet as achternamme: Bijlma.
2. Mettje Jurjens Bijlsma, berne om 1739 hinne, stoarn te Drachten as arbeidster 29 jann. 1816, tr. Drachten 14 maart 1762 Gerhardus Geerts, fan it Wytfean ûnder Eastermar.

Ut dit houlik (doopt te Drachten):

- a. Geert Gerhardus, doopt 12 des. 1762, jong stoarn.
 - b. Geert Gerhardus, doopt 8 jann. 1764, jong stoarn.
 - c. Taetske Gerhardus, doopt 20 okt. 1765, stoarn Noardwâlde 22 maart 1806, tr. Boyl 20 sept. 1795 Reinder Harmens Buld, doopt Noardwâlde 5 nov. 1752, arbeider dêr, stoarn Noardwâlde 8 aug. 1830, soan fan Harmen Luyten, arbeider, en Hendrikjen Dirks. Reinder en Taetske lieten fjouwer bern dope te Steggerda en Noardwâlde.
Reinder Harms te Noardwâlde naam dêr op 4 febr. 1812 de namme Bult oan, ek foar syn bern Luite (15) en Metje (13 jier).
 - d. Geert Gerhardus, berne 1766, doopt 24 des. 1769, tink jong stoarn.
 - e. Baukjen Gerhardus, doopt 24 des. 1769, stoarn Langsweagen 7 nov. 1835, tr. Drachten 19 jann. 1794 Jacobus Johannes Pool, berne Drachten 19 april 1772, doopt dêr 6 juny 1784, skipper, arbeider, turfmakker, stoarn Lukswâld 2 febr. 1834, soan fan Johannes Jacobus Pool, boer en feanbaas, en Elisabeth Rienks. Neiteam Pool.
 - f. Jitske Gerhardus, berne Nijeholtwâlde 3 juny 1774, doopt Wolvegea 26 dito, stoarn Noarderdrachten 2 sept. 1806, tr. Drachten 20 jann. 1805 Geert Jans, beide fan Noarderdrachten. Jitske liet neffens de list foar de suksesjerjochten twa bern nei, mar dêr ik haw neat fan weromfûn, likemin as fan har man.
3. Jetske Jurjens, berne om 1742 hinne, stoarn foar 1806, tr. Drachten 1 jann. 1769 Oege Pieters (1812: Huisman), sy fan Noarderdrachten, hy fan de Kompenije ûnder Jobbegea, berne Aldtsjerk 22 april 1740, doopt dêr 10 maaie 1743, arbeider te Noarderdrachten, stoarn dêr 11 maart 1813, soan fan Pyter Oeges en Reinou Hayes.

41 O. Hellinga, 'Kertiersteat fan Tina Annes Voolstra', yn *Gen. Jierb.* 1996 112, 115.

Op 12 febr. 1812 naam Oege Pieters, wenjend te Noarderdrachten op nr. 238, de namme Huisman oan, ek foar soan Jurjen (39) en dochter Teeske (36 jier).

Ut dit houlik (berne te Noarderdrachten):

- a. Reinouke Oeges, doopt Drachten 25 febr. 1770, jong stoarn.
 - b. Jurjen Oeges Huisman, berne 30 nov. 1772, arbeider te Noarderdrachten, stoarn Drachten 31 okt. 1846, tr. Drachten 4 jann. 1807 Sietske Roels, beide fan Noarderdrachten, berne Drachten om 1781 hinne, stoarn dêr 18 juny 1841, dochter fan Roel Karstes en Minke Sybrens.
 - c. Taetske Oeges Huisman, berne 1 okt. 1775, stoarn Noarderdrachten 23 maart 1817, tr. Drachten 15 des. 1799 Wouter Kornelis Veenstra, berne Drachten om 1762 hinne, arbeider te Drachten, stoarn dêr 12 july 1835, soan fan Kornelis Jans en Sjoukje Wouters.
 - d. Pieter Oeges, berne 25 jann. 1780, jong stoarn.
 - e. Pietertje Oeges, berne 2 okt. 1785, jong stoarn.
4. Talke Jurjens, berne 8 july 1752, op belidenis doopt Drachten 5 febr. 1786, stoarn dêr 8 nov. 1819; tr. Drachten 22 aug. 1784 Jacob (ek: Jacobus) Folkerts (1812: Hoppenga), beide fan Noarderdrachten, berne [De Rottefalle] 1757, stoarn Drachten 10 aug. 1828, soan fan Folkert Wiegers en Antje Nuttes.

Jacob Folkerts wie arbeider en naam yn 1812 de namme Hoppenga oan, ek foar syn bern Antje (24), Jurjen (21) en Taetske (18 jier). Letter wurdt de namme eins altyd skreaun as Hoppinga.

Ut dit houlik:

- a. Antje Jacobs Hoppinga, berne Drachten 1787, stoarn dêr 27 juny 1848; tr. Koartswaegen 8 maaie 1808 Kornelis Sierds Seinstra (letter meast: Sijnstra en Zijnstra), berne Koartswaegen 4 maart 1784, arbeider te Drachten, stoarn dêr 17 maart 1855, soan fan Sierd Tammes Seinstra, arbeider, en Sytske Aukes (ferl. VIIIb, 2b).

Kornelis Sierds, wenjend te Noarderdrachten nr. 244, ferklearre op 13 febr. 1812 dat syn heit Sierd Tammes Seinstra noch yn libben wie, wenjend yn de Knypster Kompenije. Hy hie doe in dochter Sietske fan ien jier.

- b. Jurjen Jacobus Hoppinga, berne Drachten 24 juny 1790, arbeider.

Jurjen waard yn 1812 oproppen as soldaat, as plakferfanger foar Jitze Klazes de Jong út Hallum. Yn augustus 1812 kaam syn lêste berjocht út Maagdenburg en sûnt waard nea wer fan him fernommen.⁴²

42 Database fan Jan Paasman silger, *Friese militairen onder Napoleon*, no ûnderdiel fan Alle Friezen.

- c. Teetske Jacobs Hoppinga, berne Drachten 1794, stoarn dêr 31 maaie 1824, tr. Smellingerlân 27 maart 1819 Oene Martens Schriemer, berne Drachten 1798, boerefeint dêr, stoarn Drachten 10 april 1861, soan fan Marten Geerts Schriemer, arbeider, en Antje Hendriks Roos; hy tr. 2. Baukjen Lourens Vellinga.

VIIIb. Jurjen Dirks, doopt Drachten 15 nov. 1716, arbeider te Noarderdrachten, tr. Drachten 29 april 1742 Claaske Hendriks, doopt dêr 6 sept. 1722, dochter fan Hendrik Tjisses en Antje Bruins.

Ut dit houlik:

1. Durk Jurjens, doopt Drachten 17 maart 1743.
2. Jetske Jurjens, doopt Drachten 28 febr. 1745, stoarn dêr 13 nov. 1818, tr. 1. Drachten 8 maart 1767 Geert Dirks Kerkhof, beide fan Noarderdrachten, wever dêr, widner fan Sjoukje Hemkes; tr. 2. Drachten 21 nov. 1784 Harmen Lammers, doopt Winterswijk 5 aug. 1759, ek wever, stoarn Drachten 30 okt. 1833, soan fan Berent Lammers, weinmakker, en Mette Eijnink; hy tr. 2. Smellingerlân 26 juny 1819 Baukjen Jans Haksel.

Ut it earste houlik:

- a. Antje Geerts Kerkhof, berne Drachten 1775, stoarn dêr 7 jann. 1844, tr. Drachten 25 jann. 1801 Sake Arends (1812: Veenstra), berne Drachten 1775,⁴³ arbeider te Suderdrachten, stoarn dêr 24 aug. 1820, soan fan Arend Jans, boer, en Geelke Andries. Antje en Sake hiene ien dochter, Jitske, dy't yn 1851 as âldfaam te Drachten ferstoar.
- b. Jan Geerts Kerkhof, berne Drachten 1781, wever te Noarderdrachten, stoarn Drachten 22 febr. 1860, tr. 1. Drachten 25 april 1802 Grietje Pieters Brandenburg, berne ûnder Beets (yn it skip) 9 nov. 1773, doopt Lippenhuzen 26 juny 1774, stoarn Drachten 27 des. 1836, dochter fan Pieter Hendriks, skipper, en Antje Jans; tr. 2. Smellingerlân 5 maaie 1838 Antje Jans Slabbertje, berne Drachten 1787, winkelfrou dêre, stoarn Drachten 28 april 1842, widdo fan Geert Christoffel Sluiter, sealmakker, dochter fan Jan Kornelis Slabbe(r)tje, timmerman, en Martzen Roelofs Brandsma; tr. 3. Smellingerlân 13 july 1844 Minke Sakes Minkes, berne Lippenhuzen 24 maart 1803, stoarn Donkerbroek 12 jann. 1877, dochter fan Sake Andries Minkes, arbeider, en Rinske Sierds Zijnstra (ferl. VIIIA, 4a).

43 Net fûn yn it doopboek fan Drachten, wol 11 âldere broers en susters.

Ut it twadde houlik:

- c. Mettje Harmens Lammers, berne Noarderdrachten 20 okt. 1786, as widdo arbeidster, “inlandsche kramersche” en bolkoerrinster te Drachten, stoarn dêr 2 april 1863, tr. Drachten 18 des. 1808 Gerrit Eelkes, berne De Gerdyk 16 sept. 1782, soan fan Eelke Gerrits, arbeider, en Roelke Freerks.

Ut dit houlik in soan Harmen Gerrits, berne Noarderdrachten 22 okt. 1809. Gerrit Eelkes is net folle letter ferdwûn; doe't syn heit begjin 1812 oantekenje liet dat hy syn namme Norsterman (letter waard it Nosterman) behâlde woe, koe hy net opjaan wêr't Gerrit omhúsmanne. De lytse Harmen libbe doe noch al, mar ik haw fierder neat fan him fine kind.

Mettje wenne sûnt 1814, of al earder, tegearre mei Berend Engelbartus Luiting, berne Lippenhuzen 16 des. 1790, weversfeint te Suderdrachten, letter wever te Bakkefean en Haulerwyk, stoarn dêr 24 april 1828, soan fan Engelbertus Berends Loyting, wever, ôfkomstich fan Winterswijk, en Trijntje Klazes. Berend en Mettje koene net trouwe mei't der gjin bewiis fan it ferstjerren fan Gerrit Eelkes foarhannen wie. Se krigen tegearre seis bern, dy't wol de namme Luiting krigen. Mettje kearde werom nei har berteplak Drachten.

3. Hendrikje Jurjens,⁴⁴ berne Noarderdrachten 27 febr. 1751, doopt op belidenis Drachten 13 maaie 1790, winkelienske, stoarn Noarderdrachten 24 april 1831, tr. Drachten 11 juny 1775 Roel Tjeerds (1812: de Graaf), berne Drachten 1743, doopt dêr 11 juny 1752, âld 8¾ jier, keapman, húsman en bijker te Noarderdrachten, stoarn dêr 12 maart 1825, soan fan Tjeerd Harmens, arbeider, en Hendrikje Harkes.

Ut dit houlik:

- a. Hendrikjen (ek: Rinskje) Roels de Graaf, berne Noarderdrachten 1 maaie 1777, arbeidster, stoarn De Pein 29 nov. 1845, tr. 1. Drachten 10 aug. 1806 Jan Minderts Veenstra, berne Drachten 1767, feanbaas, ek wol arbeider te Noarderdrachten, stoarn dêr 25 nov. 1816, soan fan Minnert Jans en Trijntje Jacobs; tr. 2. Smellingerlân 17 juny 1820 Gooitzen Pieters Boltjes, doopt Drachten 8 maaie 1768, slachter en keapman te Noarderdrachten, stoarn dêr 28 maart 1843, widner fan Alberdina Dalmölle, soan fan Pieter Theunis en Geeske Wierds.
- b. Klaaske Roels de Graaf, berne Noarderdrachten 1 okt. 1779, arbeidster, letter winkelfrou te Drachten, stoarn dêr 20 july 1841, tr. Drachten 12 maaie 1799 Hendrik Roels (1812: Boon), berne om 1773 hinne, arbeider te Noarderdrachten, lêst te Sigerswâld, stoarn dêr 21 maaie 1819.

44 Komt ien kear foar mei de namme “de Vries”; stjerakte: Hendrikje Jurjens Jurjens.

Ut de stjerakte fan Hendrik Roels wurde wy neat gewaar oer syn bertep plak, noch de nammen fan syn âlden.

- c. Trijntje Roels, berne Noarderdrachten 6 okt. 1782, stoarn Jistrum 31 des. 1808, tr. dêr 28 okt. 1804 Popke Daniëls (1811: van der Meulen), berne Tytsjerk 29 maart 1780, bakker te Jistrum, stoarn dêr 18 febr. 1848, soan fan Daniël Bouwes, mr. bakker te Kollum en Tytsjerk, en Sjoukje Popkes; hy tr. 2. Eastermar 16 maaie 1812 Trijntje Andries Koning.
- d. Tjeerd Roels de Graaf, berne Noarderdrachten 21 nov. 1785, slúswachter (1823), letter arbeider (1825) te Drachten, stoarn dêr 8 juny 1839, tr. Smellingerlân 11 sept. 1819 Jantje Doedes Jonker, berne Huzum 19 maaie 1788, stoarn Ljouwert 10 maart 1862, widdo fan Douwe Ulbes Boomsma, bakker te Drachten, dochter fan Doede Ages Jonker, wolkjimmer, ek winkelman, en Janna Johannes Geisolf; sy tr. 3. Ljouwert 24 maaie 1840 Jan Beitsma, lettersetter. Tjeerd en Jantje krigen ien bern, Roel Tjeerds de Graaf, berne Drachten 8 febr. 1823, letter timmerman te Ljouwert.
- e. Harke Roels, berne Noarderdrachten 7 aug. 1790. Harke sil jong stoarn wêze, hy wurdt troch syn heit net neamd yn 1812.

VIIIc. Taetske Alles, doopt Drachten 14 okt. 1708, libbe noch 1771, tr. Dearsum 7 aug. 1729 Jan Pyters, fan Poppenwier, hja fan Drachten.

Taetske bedarre yn it gea fan har foarmem Ipck Everts, mar dêr wie it ek gjin fetpot. Yn de folkstelling fan 1744 wurdt fan Jan Pyters te Poppenwier sein: "insolvent", mei in húshâlding fan sân persoanen.

Ut dit houlik (doopt te Poppenwier):

1. Alle Jans, doopt 13 jann. 1732, jong stoarn.
2. Sytse Jans, doopt 9 jann. 1735.
3. Antje Jans, doopt 11 nov. 1736.
4. Alle Jans, doopt 1 febr. 1739, tr. Doetje Idses, widdo fan Jan Bartles.
Ut dit houlik:
 - a. Jan Alles, berne Poppenwier 14 maart 1786.
5. Grietje Jans, doopt 9 april 1741, tr. Poppenwier 26 des. 1774 Sytse Ages, beide fan Poppenwier. Grietje hie doe al in pear (tinklik bûtenechtlike) bern, Minke en Sytse, beide doopt Poppenwier 12 maaie 1771; tsjûge: beppe Taetske Alles.
Grietje en Sytse hiene tegearre gjin bern safier ik wit. Sy die belidenis te Poppenwier 26 juny 1782 en krige 28 july attestasje nei Ljouwert; se wie doe widdo. Yn Ljouwert haw ik har net weromfûn; yn in grutte stêd is it fansels lestich sykjen op Grietje Jans.
6. Hinke Jans, doopt 9 jann. 1746.

VIIIId. Taetske Reinders, doopt Drachten 17 july 1707, tr. 1. Sweitse Linses, doopt Oerterp 2 febr. 1696, soan fan Linse Jans en Goytske Sweytseys; tr. 2. Bakkefean 10 april 1746 Halbe Tjeerds, dan beide fan Bakkefean, doopt dêr 31 des. 1724, feanbaas, boer en winkelman te Bakkefean, stoarn dêr 1791/92, soan fan Tjeerd Halbes en Foekje Douwes.

Ut it earste houlik:

1. Aaltje Sweitseys, doopt Drachten, 23 nov. 1727, stoarn Grou 16 nov. 1817, tr. Oerterp 16 des. 1753 Gerrit Her(t)es, hy fan Oerterp, sy fan Bakkefean, berne Oerterp om 1729 hinne, skipper, stoarn Grou 17 sept. 1809 (80 jier, troud, twa bern), soan fan Herre Gerrits, arbeider, en Trijntje Jans (troud Oerterp 17 jann. 1723).

Aaltje liet op 10 febr. 1763 trije bern dope te Oerterp: Herre, Teeske en Trintje. De namme fan de heit wurdt der net by neamd. Fan Trijntje kin ik eins allinnich mar sizze dat ik har net yn Grou oantroffen ha en dat se tink net âld wurden is.

Ut dit houlik:

- a. Taetske Gerrits (1811: van der Veen), berne Oerterp 21 sept. 1756, stoarn Grou 18 okt. 1839, tr. 1. Grou 27 aug. 1780 Hans Arends, doopt dêr 6 febr. 1752, soan fan Ane Hanses en Meinskje Fokkes; tr. 2. Grou 5 juny 1797 Jelle Klazes Boonstra, berne Grou om 1762 hinne, skipper te Grou, stoarn dêr 20 april 1844, soan fan Klaas Johannes en Geertje Jelles. Ut it earste houlik in soan Arend Hanzes Lamsma (al foar syn mem stoarn, hat bern neilitten), út it twadde gjin bern.⁴⁵
- b. Herre Gerrits (1811: van der Veen), berne Oerterp 1759, skipper te Oerterp, letter te Grou, stoarn dêr 23 july 1851, tr. 1. Harns 29 sept. 1782 Trijntje Klazes, doopt Harns 3 jann. 1764, stoarn Grou 31 july 1821, dochter fan Klaas Harmens en Grietje Heeres; tr. 2. Idaarderadiel 17 maart 1823 Trijntje Klazes, doopt Grou 25 okt. 1767, winkelfrou dêr, stoarn Grou 27 febr. 1859, widdo fan Jouke Sjoerds Visser, dochter fan Klaas Oenes en Antje Holstes.

Herre Gerrits te Grou naam op 27 des. 1811 de namme Van der Veen oan; bern: Aaltje (27, Aldeboarn), Grietje (24), Gerrit (23), Klaas (21) en Trijntje (19 jier).

Ut it twadde houlik:

2. Foekje Halbes, berne Bakkefean 10 sept. 1746, tr. Duerswâld 3 des. 1775 Jan Pieters, beide fan Bakkefean.
3. Tjeerd Halbes, berne Bakkefean 8 des. 1748, keapman yn suvel en fee te Lemmer, lid fan de munisipaliteit fan Lemsterlân febrewaris 1795, representant foar Lemsterlân 13 aug. 1795; lid

45 Memorie van successie 14049/328.

fan de “Commissie van Gedeputeerden” 30 jann. 1796; naam 11 april 1796 ôfskie fanwegen syn ferkiezing as lid fan de Nationale Vergadering, siet dêr foar it distrikt Balk fan 29 april 1796 oant 1 sept. 1797,⁴⁶ stoarn Lemmer 1 aug. 1800, tr. Lemmer 7 july 1771 Akke Feikes Schultetus, berne Lemmer 5 des. 1754, begr. dêr 29 nov. 1804, dochter fan Feike Michiels Schultetus, grutskipper, en Klaaske Melles de Haan.

Ut dit houlik (berne te Lemmer):

- a. Claske Tjeerds, berne 17 aug. 1772, jong stoarn.
- b. Claaske Tjeerds, berne 17 jann. 1774, stoarn Lemmer 1810/11, tr. dêr 7 febr. 1796 Anne Johannes Kalf, berne Lemmer 21 jann. 1767, stoarn foar 1811, soan fan Johannes Annes en Trijntje Falkama. Claaske en Anne krigen trije bern, dy't allegearre sûnder neiteam stoarn binne.
- c. Teetske Tjeerds Halbesma, berne 6 maart 1775, stoarn Lemmer 26 april 1817, tr. dêr 27 des. 1795 Jouwert Sjoerds Stapert, berne Lemmer 20 aug. 1771, skûtmakker, touslagger en keapman te Lemmer, stoarn dêr 17 febr. 1857, soan fan Sjoerd Jouwerts Stapert, skûtmakker, representant foar Lemsterlân, lânskipsboumaster aug. 1795,⁴⁷ en Minke Barres; hy tr. 2. 1818 Greeltje Tjeerds de Boer. Teetske en Jouwert krigen alve bern.
- d. Halbe Tjeerds Halbersma, berne 24 maart 1778, stoarn Lemmer 1 jann. 1814, tr. Lemmer 28 okt. 1798 Sjoukjen Annes, berne Makkum 14 maart 1775, stoarn Lemmer 29 april 1812 (as “Zjouke Annes”, 35 jier, frou fan “Halbe Tjeerds Kanonier”), dochter fan Anne Klases en Yttje Pieters.

Halbe Tjeerds melde him yn 1809 as frijwilliger: “behoort tot het 4e transport van de compagnie vrijwilligers uit Friesland”.⁴⁸ Ik nim oan dat mei de beneaming “kanonier” fan 1812 ek echt syn berop bedoeld is.

Halbe Tjeerds te Lemmer naam op 26 okt. 1813 de namme Van der Veen oan, ek foar syn bern Tjeerd (16), Akke (10), Ytje (8) en Anne Halbes (6 jier). Yn syn stjerakte wurdt syn namme in pear moanne letter lykwols skreaun as Halbersma; dy namme is letter ek fierd troch dochter Akke. Fan de oare bern ha'k neat fûn.

-
- 46 P. Nieuwland, ‘De eerste volksvertegenwoordigers van Friesland in 1795’, yn: P. Brood e.o. (red.), *Homines Novi. De eerste volksvertegenwoordigers van 1795* (Amsterdam 1993) 188. Sjoch ek op Wikipedia en parlement.com, ek foar syn portret.
 - 47 *Homines Novi* (sj. foarige noat) 221; J. Visser, ‘Familia Stapertia Perantiqua’, yn: *Gen. Jierb.* 1955 46 e.f.; A.H. Lemstra en H. Boesjes-Beljon, *Tussen Zijlroede en Lijnbaan: bouw- en bewoningsgeschiedenis van het Staperthuis te Lemmer* (Lemmer 2008).
 - 48 Database *Friese militairen onder Napoleon*, ûnderdiel fan AlleFriezen.

- e. Feike Tjeerds Halbesma, berne 2 juny 1786, stoarn Lemmer 10 jann. 1854, âldfeint, dan sûnder berop.
4. Reinder Halbes (1811: Sluiter), berne Bakkefean 21 jann. 1751, feanbaas dêr, letter te Smilde, stoarn Smilde 12 july 1828, tr. Duerswâld 24 maart 1782 Ebeltje Roelofs, fan Siegerswâld, berne De Pein 28 okt. 1760, op belidenis doopt Duerswâld *cum annexis* 12 maaie 1793, libbe noch 1831, dochter fan Roelof Heins en Jeltje Michiels.
- Reinder Halbes te Duerswâld (Bakkefean wie doe noch net offisjeel in doarp) naam op 12 febr. 1812 de namme Sluiter oan; bern: Halbe (27, "in Keizers dienst te Lande"), Roel (22), Douwe (20), Jelle (17) en Teetske (14 jier). Yn 1816 fine wy de húshâlding werom yn Smilde. Reinder wie dêr feanbaas, ek taper, en die syn fêstguod yn Bakkefean fan 'e hân. Syn soannen waarden allegearre arbeider, dat ik doar de konklúzje wol oan dat it Reinder net echt foar de wyn gie.
- Ut dit houlik (berne te Bakkefean):
- a. Halbe Reinders Sluiter, berne 24 july 1783, wie 1812 yn militêre tsjinst, novimber 1813 fermist.⁴⁹ Hy kaam net werom.
- b. Roelof Reinders Sluiter, berne 10 april 1789. Hy hat te Smilde wenne (1830) en letter te Assen (1847), stoarn as arbeider en âldfeint te Bakkefean 11 febr. 1855.
- c. Douwe Reinders Sluiter, berne 28 okt. 1791, arbeider te Smilde, letter te Kloosterveen (gem. Assen), stoarn dêr 3 maaie 1853, tr. Smilde 4 maart 1831 Zwaantje Jippes de Vries, berne yn de Kompenije ûnder Jobbegea 9 febr. 1790, stoarn Kloosterveen 11 okt. 1856, dochter fan Jippe Jacobs de Vries en Antje Wybes; se lieten by harren houlik twa bern wettigje.
- e. Jelle Reinders Sluiter, berne 24 july 1794, arbeider te Smilde, stoarn dêr 4 nov. 1848, tr. Smilde 26 april 1822 Jantjen Willems van der Velde, berne yn de Kompenije ûnder Jobbegea 28 okt. 1797, stoarn Bovensmilde 3 sept. 1875, dochter fan Willem Johannes, arbeider, en Janke Jans.
- f. Tietske (ek: Teetske, dat sil de bedoeling west ha) Reinders Sluiter, berne 2 april 1797, tr. Smilde 25 jann. 1818 Jan Roelofs Goossens, berne Smilde 20 aug. 1793, skipper dêr, soan fan Roelof Jans Goossens, skipper, en Aleida Willems.

VIIIe. Feike Reinders, doopt Drachten 6 des. 1711, begr. Ljouwert 15 okt. 1751, tr. dêr 1 maart 1733 Froukje Sjoerds, beide fan Ljouwert, doopt Ljouwert 8 des. 1709, dochter fan Sjoerd Jackles en Antje Andries.

49 Database *Friese militairen onder Napoleon*.

Kwotisaasjekohier, 'Oldegalileën': Feike Reinders, bestaat van koekhouwen, 4 persoanen ûnder en 5 boppe 12 jier, oanslach f 11-13, d.w.s. dat Feike kwalik de holle boppe wetter hâlde koe.

Ut dit houlik (doopt te Ljouwert):

1. Reinder Feikes van der Veen, doopt 23 aug. 1733, kastmakker, tr. Tietje van Campen.
2. Andries Feikes, doopt 8 maaie 1735.
3. Antje van der Veen, doopt 17 maart 1737, begr. Ljouwert 20 aug. 1794, tr. dêr 2 sept. 1770 Johannes Berkebijl, kleanmakker, begr. Ljouwert 21 des. 1798, widner fan Geertruid Lessing.
4. Aaltje Feikes, doopt 23 aug. 1739.
5. Ynse Feikes, doopt 12 sept. 1742.
6. Tjerk Feikes, doopt 14 april 1745.
7. Teuntje Feikes, doopt 15 maaie 1748.
8. Feikjen van der Veen, doopt postúm 23 febr. 1752, tr. Ljouwert 1 juny 1777 Hermannus Berkebijl, doopt Ljouwert (Ev. Luth.) 9 juny 1756, tige betûft byldhouwer, begr. Ljouwert 6 juny 1787, soan fan Johannes Berkebijl en Geertruid Lessing (sjoch hjirboppe by nr. 3).

Hjir hie ik in echt 'aha-erlebnis'. Yn ús artikel oer Mata-Hari yn it *Genealogysk Jierboek* fan 2017 hiene wy de foarâlden fan Feike en Froukje net fûn, of der net goed geôch om socht.⁵⁰ Mata-Hari skaait dus ek fan Ipck Everts ôf.

VIII f. Wytse Reinders, doopt Drachten 29 july 1714, bakker te Menaam, libbe noch 1785, tr. 1. Inglum 9 juny 1737 Hiltje Siccama, hy fan Boarnburgum, sy fan Beetstersweach, doopt (as: Hillegonda) Aldeholtpea 24 aug. 1710, dochter fan Abelus Siccama, dûmny te Beetstersweach, Aldeholtpea en Ljouwert, en Elske Sinnema; tr. 2. Menaam 10 april 1741 Tetje Cornelis, dan beide fan Menaam.

Wytse Reiners, mr. bakker, die belidenis te Menaam 1741. Hy stiet op de lidmatelist fan dat jier, wenjend "op de grote Buurt". Syn frou hat nea belidenis dien. Hy stiet dan ek allinnich op de lidmatelisten fan 1761, no "op de kleine Buurt", 1772 (sûnder oantsjutting fan strjitte) en 1785, wenjend "binnen de Buurt". Yn de marzje is hjir oantekene: "obiit", d.w.s. ferstoarn.

50 B. van der Meulen en P. Nieuwland, 'Voorouders en verwanten van Mata Hari', yn: *Gen. Jierb.* 2017 30 en 31 (oer Hermannus Berkebijl), 38-40. Mata Hari tekene sels altyd as Mata-Hari, sj. A. Dekker en J. Voeten, 'Van een liefde die de winter van 1914-1915 niet overleefde', yn: *Fryslân* 25 (2019) nr. 2, s. 4-6, nei oanlieding fan de oankeap troch it Fries Museum fan in oant dan ûnbekend portret fan Mata-Hari troch Piet van der Hem.

Yn it kwotisaasjekohier wurdt fan Wytse Reynders allinnich sein: “arm”. Syn oanslach wie dan ek minimaal: £ 11-13, foar twa folwoeksenen en fjouwer bern. Fan de bern haw ik neat mei wissichheid weromfûn.

Ut it twadde houlik (doopt te Menaam):

1. Cornelis Wyttes, doopt 14 jann. 1742.
2. Jetske Wyttes, doopt 21 july 1743.
3. Reinder Wyttes, doopt 5 sept. 1745.
4. Aaltie Wyttes, doopt 26 des. 1747.

VIIIg. Rinske Keimpes, doopt Drachten 21 febr. 1712, stoarn Burgum begjin 1789, tr. Gerkeskleaster 19 sept. 1734 Olgert Jans, dan beide fan Gerkeskleaster, doopt Kollum 25 febr. 1703, skipper te Burgum by de Burgumerdaam, stoarn dêr 1766/67, soan fan Jan Olgerts.

Olgert en Rinske kochten yn 1742 in healsliten skip foar £ 485 fan Douwe Aukes, skûtmakker te Drachten, en moasten harren âlde skip derop tajaan;⁵¹ se wennen doe te Sumar. It gie har net goed, yn de speesjekohieren sjogge wy dat se sûnt 1752 gauris ûnderhâlden waarden. Op 7 febr. 1789 barde de diakonij £ 14-2-8 fan de ferkeap fan Rinskes ynboel.

Ut dit houlik:

1. Jan Olgerts, doopt Burgum 5 febr. 1736, jong stoarn.
2. Gerlof Olgerts, doopt Burgum 30 maart 1738, tink ek jong stoarn.
3. Jan Olgerts (letter meast: Olpherts) Klomp, berne Burgum (neffens syn eigen opjefte yn it *registre civique*) 12 nov. 1740, timmerman te Burgum, waard sûnt 1788 faak ûnderhâlden, stoarn Burgum (Burgumerheide) 3 july 1814, tr. 1. Burgum 21 july 1765 Dieuwke Symens, doopt Driezum 13 nov. 1739, dochter fan Symen Tymens, tolman, en Detje Jacobs; tr. 2. Burgum 20 nov. 1803 Maaïke Johannes, fan Hurdegaryp, berne 1746, libbe noch 1814.

Op 24 sept. 1805 die Maaïke Johannes, 59 jier âld, frou fan Jan Olgerts ûnder Burgum, oanjefte fan dieverij. Op klearljochte dei, wylst se by har buorman Hendrik Mients (sjoch ek hjirûnder) siet te teedrinken, wie út har hûs in kistje mei goed tsien gûne oan jild en wat juwielen stellen. Lykas wenst yn dy tiid wiene de doarren net op slot.⁵²

Op 28 des. 1811 naam Rienk Jans te Burgum út namme fan syn heit Jan Olpherts de namme Klomp oan; bern: Rinske (41, te Burgum, mei in soan Jan

51 TIE 103 (S19) 478.

52 TIE 5 402; sjoen it leeftydsferskil tink ik dat sy net deselde is as har nammegenote, earst trouw mei Hendrik Jacobs te Hurdegaryp, letter mei Jelle Sikkes ûnder Burgum, dy't op 6 maart 1800 oanjefte die dat har foar sa'n 30 gûne oan jild, bêdeguod, himden ensfh. ûntfytmanne wie. Dy Maaïke wie doe neffens har sizzen 61 jier (TIE 5 93), dus berne 1738/39.

fan 16 jier), Dettje (39, ek te Burgum), Olphert (37, te Feanwâlden, trije bern), Symon (35, te Wetsens, ek mei trije bern) en Rienk sels (31 jier, te Burgum). De namme Klomp waard hjirnei mar komselden mear brûkt; meastentiids wie it Klompstra, inkeldris Klomstra.

Ut it earste houlik:

- a. Rinske Jans Klompstra, berne Burgum 3 aug. 1766, arbeidster ûnder Burgum, stoarn dêr 26 juny 1822, tr. 1. Damwâld 21 okt. 1810 Thijs Jaspers, arbeider yn De Westerein, stoarn dêr 1811,⁵³ widner fan Jantje Egberts en Ymkje Geerts; tr. 2. Burgum 4 april 1816 Gerrit Everts Veenstra (ek: Feenstra), berne Garyp 15 des. 1773, arbeider op it Burgumerfean ûnder Hurdegaryp en de Burgumerheide, stoarn ûnder Burgum 15 juny 1827, widner fan Antje Harts, soan fan Evert Jans, wever, en Hiltje Jans.

Sa't wy seagen wie it skraabjen om 'e kant yn de húshâlding op de Burgumerheide der't Rinske opgroeide. Om 1794 hinne krige se in bûtenechtlike soan, Jan.

Buorman Hendrik Mients moat wol in soad niget oan Rinske hân hawwe. Hy sleat mei har yn 1804 in soartemint fan 'samenlevingscontract',⁵⁴ dêr't hy yn fêstlizze liet dat Rinske sûnt in pear wike by him ynwenne as tsjinstfaam en £ 600 oan kapitaal ynbrocht hie. By syn ferstjerren moast se dat bedrach fansels út syn neilittenskip weromkrije. As Rinske earder stoar, dan krige Hendrik £ 400, de oare £ 200 wie foar har soan Jan. Fansels besiet Rinske fan harsels hast gjin dûbeltsje. Hendrik sil dizze konstruksje betocht ha om gedonder oer syn neilittenskip foar te kommen. Soan Jan profitearre ek en ûntkaam oan in arbeidersbestean. Hy koe lêzen en skriuwen leare en dêrnei foar smid. Hendrik Mients, dy't doopt wie te Westergeast 30 maaie 1745, stoar op de Burgumerheide 22 april 1810; der stiet by oantekene: 66 jier, troude man mei ien bern. Safier ik wit hat Hendrik nea troude west, dat foar 't neist giene hy en Rinske foar de bûtenwacht troch foar man en frou. Ik tink oars net dat Hendrik de heit fan Jan wie. Rinske troude noch yn 1810 mei Thijs Jaspers.

Bern:

Jan Jans Klompstra, berne Burgum desimber 1793,⁵⁵ smid te Ie (1824), letter dat jier te Feanwâlden, stoarn Burgum 7 nov. 1868, wjend te Feanwâlden, tr. Eastdongeradiel 1 maaie 1824 Sjoukjen Klazes van der Veen, berne Westergeast 5 okt. 1799, stoarn Feanwâlden 23 febr. 1854, dochter fan Klaas Metskes

53 Akte fan bekendheid yn houliksbylagen Eastdongeradiel 1818 nr. 43.

54 TIE 115 122, fan 27 maaie 1804. Ik ken gjin soartgelikense kontrakten út dy tiid.

55 Neffens in akte fan bekendheid, opmakke doe't er troude; oare fermeldings wize derop dat hy wat jonger wie, berne yn 1794 of 1795.

van der Veen, boer, en Taetske Eetzes Braaksma. Harren soan Metske Jans Klompstra, berne Feanwâlden 7 febr. 1825, folge syn heit op as smid.

- b. Detje Jans Klompstra, berne Burgum 5 maaie 1768, doopt dêr 5 febr. 1769, stoarn (as: Detje Olpherts) Ljouwert 27 april 1843, tr. dêr 11 jann. 1801 Gerben Sijes, dan beide fan Ljouwert, doopt Oentsjerk 21 april 1748, turfdrager, stoarn Ljouwert 7 aug. 1815, widner fan Tjitske Jacobs, soan fan Sije Dirks, arbeider, en Sipkje Gerbens.

Detje en Gerben lieten trije bern dope te Ljouwert. De jongste soan, Jan Gerbens Oeninga, woe net rjocht doge. Hy waard in pear kear oppakt fanwegen bidlerij en einige syn libben as kolonist te Ommerschans, 12 aug. 1859.

- c. Olfert (ek wol: Olgert) Jans Klompstra, doopt Driezum 1 july 1770, arbeider te Feanwâlden en Burgum, stoarn dêr 6 sept. 1844, tr. Burgum 25 nov. 1792 Antje Wytzes Jager, berne Feanwâlden 10 maaie 1766, stoarn Burgum 8 juny 1849, dochter fan Wytze Jurjens en Trijntje Jans.

- d. Symen Jans Klompstra, berne Burgum 3 okt. 1772, arbeider te Ealsum (1811), en net te Wetsens lykas syn broer miende, letter te Burgum (1814), stoarn Dokkum (as: Simon Jans Klomp) 24 des. 1816, tr. Ingwierrum 16 nov. 1806 Grietje Douwes van der Ploeg, berne te Easternijtsjerk 1790, stoarn Ferwert 11 sept. 1867, dochter fan Douwe Goslings en Gettje Willems de Vries; sy tr. 2. Eastdongeradiel 5 okt. 1820 Dirk Hendriks Ferwerda, berne Ferwert 23 maaie 1800, arbeider te Easternijtsjerk (1822), letter te Ferwert (1824), stoarn dêr 6 des. 1873, soan fan Hendrik Sjoeks Ferwerda, arbeider, en Lieuwkje Johannes.

- e. Rienk Jans Klompstra, berne Burgum 21 nov. 1780, arbeider dêre, stoarn Burgumerheide 31 aug. 1826, tr. Burgum 4 april 1816 Bieuwkje Sjoerds Bouma, berne Burgum maaie 1794, stoarn dêr 26 july 1872, dochter fan Sjoerd Cornelis Bouma, arbeider, en Stijntje Jans; hja tr. 2. Jacob Kornelis van der Meulen.

4. Rienk Olgerts, berne 1746, doopt Burgum 5 maart 1752, fiifjier âld, tr. Ybeltje Annes.

In trouakte fan Rienk en Ybeltje ha'k net fûn, oer har komôf is my fierder ek neat bekend. Se hawwe mar eefkes yn Drylts wenne en stutsen oer nei Enkhuizen. Ybeltje naam it net sa krekt mei de seden en dat kaam har fanwegen troubrek op in skieding te stean. Dy waard troch de skepenbank fan Enkhuizen útsprutsen op 25 okt. 1779. Rienk Olgerts wie doe kommandant fan it galjoatskip "De Waaksamheid" en hie dus in knappe karriêre makke. Ybeltje krige ek in ferbod om binnen fiifjier wer te trouwen. Se struts del

yn Harns, die har dêr foar as widdo en troude op 1 aug. 1784 mei Bastiaan Wybrens, in skûtmakkersfeint. Dy krige lucht fan Ybeltjes eskapades yn it ferline en die neifraach. Ybeltje wachte de saken net ôf en naaide út, earst nei Makkum, letter “præsumptief” nei Hollân, en hat dêr “zich te zoek gemaakt”. Op fersyk fan Bastiaan waard syn houlik mei Ybeltje troch it Hof fan Fryslân op 22 maaie 1787 neatich ferklearre.⁵⁶

Ut dit houlik:

- a. Rinske Rienks, berne Drylts 24 maaie 1774.
5. Ytje Olgerts, berne Burgum des. 1750, doopt dêr 5 maart 1752 (ien en in fearnsjier âld), stoarn Rien 2 sept. 1802, tr. Burgum 6 des. 1772 Ale Rienks (1811: Brouwer), fan Rinsumageast, doopt De Lytse Jouwer 24 okt. 1734, stoarn Lytsewierrum 30 aug. 1818, dan alimintearre, soan fan Rienk Harmens,⁵⁷ boer, en Hylkjen Ales.

Ale troude 14 okt. 1759 te Lichtaard mei Antje Pytters, doe beide fan Ferwert. Hy waard boarger fan Dokkum 17 aug. 1765 en besocht it yn it brouwersfak. Oft it him mankearre oan de nedige fakkennis of oan saaklike kwaliteiten (of beide) soe’k net witte, mar nei likernôch in jier wie Ale al fallyt. De fiskaal U. Colerus waard kurator oer syn “geabandonneerde boedel”.⁵⁸ Ale sil syn fierdere libben wol arbeider west ha, te Rinsumageast, Burgum en Rien ûnder Lytsewierrum. De net botte glânsrike episoade yn Dokkum hat lykwols dochs oanlieding west om yn 1811 de namme Brouwer as famyljenamme te kiezen (net offisjeel troch Ale sels, mar troch soan Rienk).

Ut dit houlik:

- a. Rienk Ales Brouwer, berne Burgum 21 okt. 1773, doopt Lytsewierrum 15 aug. 1784, arbeider te Jorwert, Britswert, Hinnaard, en letter te Rien ûnder Lytsewierrum, stoarn Lytsewierrum 2 jann. 1853, tr. dêr 3 juny 1804 Jantje Fransen Tinga, fan Britswert, berne Jorwert 21 maart 1783, stoarn Lytsewierrum 23 april 1869, dochter fan Frans Tjerks Tinga, boer, en Pytje Clases de Blau. Rienk en Jantje krigen njoggen bern; trije dêrfan stoaren ein 1826, oan de malaria meie wy oannimme.

Rienk Ales te Hinnaard naam op 16 des. 1811 de namme Brouwer oan, ek foar syn soantsjes Ale (5), Pieter (2) en Keimpe (1 jier).

- b. Rinske Ales Brouwer, berne Rien 22 maaie 1776, doopt Lytsewierrum 15 aug. 1784, boerinne te Skearnegoutum (1818), Offenwier (1832), lidmate fan de Mennistegemeente

56 HvF 15407.

57 Soan fan Harmen Dircks en Martsen Riencks, sjoch fierder J.T. Anema, P. Nieuwland en S. Wierstra, ‘Rienks, Sipma, Blijstra en Koopmans’, yn: *Gen. Jierb.* 2012 128.

58 DOK 103 d.d. 6 maart 1766.

- te Snits, stoarn Skearnegoutum 16 juny 1855, tr. 1. Snits (Mennistetsjerke) 15 maaie 1803 Hotze Keimpes Schilstra, berne Skearnegoutum 1 okt. 1767, boer dêr, stoarn Skearnegoutum 7 april 1817, soan fan Keimpe Ymes en Joukje Joukes; tr. 2. Wymbritseradiel 17 des. 1818 Ids Paulus Rienstra, berne Skearnegoutum 27 jann. 1779, boer te Skearnegoutum, letter te Offenwier, stoarn dêr 2 maart 1832, soan fan Paulus Idses Rienstra en Beitske Jacobs.
- c. Hylkjen Ales Brouwer, berne Rien 21 okt. 1779, stoarn Tsjom 15 maaie 1853, tr. dêr 15 maaie 1808 Ente Jacobs de Jong, berne Tsjom 24 febr. 1784, arbeider dêr, soan fan Jacob Entes en Klaarke Luitjens.
Ente naam as remplant foar in fergoeding fan 2300 gûne begjin 1813 tsjinst,⁵⁹ desertearre letter dat jier en is nea weromkaam.
- d. Arjaantje Ales Brouwer, berne Rien 30 juny 1782, doopt Lytsewierrum 15 aug. 1784, stoarn Easterein 20 july 1856, tr. Easterein 10 sept. 1809 Wybe Sjoerds Ypma, dan beide fan Lytsewierrum, berne Easterein 1776, boer te Easterein, stoarn dêr 20 aug. 1843, soan fan Sjoerd Tjepkes Ypma en Trijntje Doekles Sionstra.
- e. Olchert (doopt as: Olger) Ales Brouwer, berne Rien 29 maaie 1785, boerefeint te Dedzjum, 1817 nei Skearnegoutum, waard mei syn houlik boer te Skearnegoutum, letter te Tirns, stoarn Tirns 9 maaie 1852, tr. 1. Wymbritseradiel 12 sept. 1817 Trijntje Piers Nettinga, berne Britswert 15 febr. 1769, stoarn Skearnegoutum 13 maart 1831, widdo fan Oene Oeges Breeuwsmma, dochter fan Sybe Piers en Trijntje Christiaans; tr. 2. Wymbritseradiel 15 aug. 1835 Akke Raukes de Boer, berne Sondel 12 jann. 1794, stoarn Ysbrechtum 18 maart 1865, widdo fan Bauke Reins Couperus, dochter fan Rauke Jans de Boer, boer, en Aaltje Aukes Prom. Olchert en Akke lieten in soan Jan nei, berne te Tirns 18 okt. 1837.
- f. Harmen Ales, berne Rien 3 okt. 1788, jong stoarn.
- g. Keimpe Ales, berne Rien 15 juny 1793, ek jong stoarn.
6. Keimpe Olgerts, doopt Burgum 4 maart 1753, grif jong stoarn.

59 Notarieel argyf (Tagong 26) 88006 nr. 302 (fotonr. 118), 11 maart 1813. Sjoch fierder database Friese militairen onder Napoleon, no ûnderdiel fan AlleFriezen.

VIIIh. Jurjen Michiels, doopt Drachten 6 jann. 1715, stoarn dêr 1779,⁶⁰ tr. Drachten april 1740 Grietje Sjoerds, doopt dêr 2 maaie 1717, dochter fan Sjoerd Wopkes en Trijntje Ruidrs.

Ut dit houlik (û.o.):

1. Michiel Jurjens, doopt Drachten 3 april 1741, jong stoarn.
2. Ypkje Jurjens, berne Noarderdrachten 1743, folget IXa.
3. Michiel Jurjens Walstra, berne Drachten 11 july 1756, op belidenis doopt Nijehaske 5 febr. 1797, stoarn Wolvegea 19 juny 1841, tr. 1. Oerterp 7 jann. 1787 Antje Sjoerds, doopt Donkerbroek 22 febr. 1760, stoarn Wolvegea 4 okt. 1826, dochter fan Sjoerd Klases en Albertje Roelofs; tr. 2. Weststellingwerf 23 febr. 1831 Margjen Wybes Bonte, berne te Nijensleek, doopt Vledder 8 jann. 1797, stoarn Wolvegea 25 juny 1868, widdo fan Jan Lammerts Bonte, dochter fan Wybe Jans en Eysjen Hendriks.

Ut it earste houlik:

- a. Jurjen Michiels Walstra, berne Suderdrachten 5 nov. 1787, beurtskipper fan Wolvegea op Snits (1811), stoarn Wolvegea 8 maaie 1824, tr. Weststellingwerf 20 nov. 1811 Stijntje Douwes Koel, berne It Hearrenfean 18 febr. 1791, winkelierske, stoarn Wolvegea 12 maaie 1830, dochter fan Douwe Hendriks Koel en Elske Wytzes; hja tr. 2. Roelof Jans Bootsma(n), keapman.
- b. Sjoerd Michiels Walstra, berne Nijehaske 3 sept. 1790, húsksilder en glêzemakker te Aldeboarn, stoarn dêr 4 nov. 1836, tr. Wolvegea 13 april 1815 Tjertje Willems Hoekstra, berne Drylts 24 sept. 1786, stoarn Aldeboarn 14 juny 1848, dochter fan Willem Wytzes Hoekstra, skûtmakker, en Jetske Murks van der Weide.
- c. Albertje Michiels, berne Nijehaske 25 maaie 1793, jong stoarn.
- d. Grietje Michiels, berne Makkingea 22 nov. 1794, ek jong stoarn.
- e. Roelof Michiels Walstra, berne Nijehaske 26 nov. 1795, skuonmakersfeint te Steenwijk, letter skuonmakker te Sonnegea, stoarn dêr 14 jann. 1868, tr. Steenwijk 21 okt. 1814 Vroukje Bakker, doopt Steenwijk 15 nov. 1795 (as: Vrougje), stoarn Sonnegea 6 maart 1861, dochter fan Albertus Bakker en Hilligjen Prinsen.
- f. Karst Michiels Walstra, berne Wolvegea 23 juny 1798, skipper dêr, letter skippersfeint te Eastersee, stoarn dêr 28 okt. 1855, dan arbeider, tr. Weststellingwerf 17 maaie 1827 Dirkje Gosses

60 Yn it rekkenboek fan 'e diakonij is 30 nov. 1779 oantekene dat der net foar it lyklekken betelle wie.

Kort, berne yn de Kompenije ûnder Jobbegea, doopt r.k. It Hearrenfean 6 maaie 1803, stoarn Eastersee 20 juny 1870, dochter fan Gosse Oenes en Grietje Dirks; seis bern.

- g. Grietje Michiels Walstra, berne Wolvegea 3 maaie 1800, stoarn Den Hulst (gem. Nieuwleusen) 5 april 1848, tr. Weststellingwerf 17 okt. 1821 Pieter Thomas Proemstra, berne yn de Kompenije ûnder Jobbegea 1800, arbeider te Wolvegea, Tsjalbert en Aldehaske, lêst skipper dêr, stoarn yn syn skip te Donkerbroek 13 febr. 1855, soan fan Thomas Pieters Proemstra, arbeider, en Antje Jannes.

It libben hat Grietje net sparre. Sy en har man rekken al gauweftich by inoar wei en giene beide har eigen paad. Pieter Tomas Proemstra, dy't him yn 1826 Pruim en fan 1828 ôf Prom neamde, gie fierder mei Geertje Alberts Scheer, berne St. Jansgea 19 okt. 1791, stoarn Koartsweagen 1 maaie 1860. Grietje bedarre yn Oerisel, de gegevens binne fragmintarysk. Wy fine har werom as "inlandsche kraamster" te Steenwijkerwold. Fier fan hûs befoel Grietje op 24 des. 1830 te Rijssen fan in soan, dy't de namme Michiel krige; wat der fan him wurden is ha'k net útfine kind. De namme fan Grietje waard skreaun as Grietje Machiels Woldstra.

Earst njoggen jier letter is der wer in teken fan libben. Op 13 nov. 1839 ferskynde foar boargemaster Kniphorst fan Meppel "een persoon, zich voorgevende te zijn Anne Lieuwes Pieters, oud acht en veertig jaren, van beroep arbeider, wonende te Staphorst, provincie Overijssel, doch thans gelogeed in eene herberg hier ter stede, genaamd de Koffijkan, geboren te Sneek, provincie Vriesland, verklarende dat op den twaalfden dezer maand des avonds te zeven uur binnen de gemeente Meppel, en wel in wijk vijf nummer driehonderd twee en zeventig, zijnde gemelde herberg aldaar, was geboren uit Grietje Machiels Walstra, van beroep naaister, ongehuwd, mede te Staphorst voormeld woonachtig, een kind van het mannelijk geslacht, het welk door voornoemden comparant voor het zijne is erkend en aan het welk hij verklaarde de voornaam te geven van Pieter."

De boargemaster hie net sa erchtinkend hoege te wêzen, Anne spruts de wierheid. Hy is doopt te Snits 28 maart 1791, soan fan Lieuwe Pieters en Taetske Fokkes. Hy is sûnder mis ek de heit fan Teetse Walstra, in famke, neffens har stjerakte berne te Nieuwleusen 20 aug. 1836 (har berteakte ha'k net fûn) en stoarn te Staphorst 20 jann. 1848. Har heit wie doe al lang wei, hy is stoarn te Meppel 19 nov. 1841, wenjend te Staphorst. Yn de stjerakte fan Grietje (1848) wurdt sein: "zijnde vagabonderende en gedomicilieerd te Nijehaske". Dat wie net iens fier fan de wierheid, want foar de wet wie Grietje noch altyd de frou fan Pieter Thomas Pro(e)m(stra), skipper te Aldehaske.

Ut dit houlik: Michiel Pieters Proemstra, berne Wolvegea 29 juny 1822, stoarn dêr 20 okt. 1822.

h. Albertjen Michiels, berne Wolvegea 7 maart 1802, jong stoarn.

Ut it twadde houlik:

i. Aaltje Michiels Walstra, berne Wolvegea 20 okt. 1832, stoarn Ljouwert 20 maart 1912, tr. Weststellingwerf 7 maaie 1857
Gijsbert Lamberts de Boer, berne Teridzert 3 des. 1830, keapman te Wolvegea, letter te Ljouwert, stoarn dêr 16 des. 1893, soan fan Lambert Gijsberts de Boer en Margje Willems Kieviet.

VIIIi. Wierd Pieters, berne Oerterp febr. 1728, skipper te Earnewâld, fan 1769 ôf te Ryptsjerk, op belidenis doopt Hurdegaryp 26 maaie 1806, stoarn Hallum 5 nov. 1808 (widner, 81 jier, alimintearre), tr. Ryptsjerk 14 maaie 1752 Trijntje Johannes, beide fan Ryptsjerk, stoarn nei 1791.

Wierd en Trijntje kochten yn 1766 in nije pream foar 550 gûne fan skûtmakker Abe Nauta oan de Burgumerdaam.⁶¹ Tinklik fertilden se har der oan; se moasten jild liene en rekken achter mei de hier fan harren hûs en in stikje lân te Earnewâld (1768). In jier letter waard de pream foar 400 gûne ferkocht en kearden se werom nei Ryptsjerk.⁶² Yn 1773 kocht Wierd in beskieden “cofke” foar 300 gûne fan Dirk en Lieuwke Ypes, skûtmakkers op Zevenhuizen ûnder Frjentsjer.⁶³

Ut dit houlik:

1. Antje Wierds, berne Ryptsjerk 1756, stoarn Ljouwert 28 nov. 1816, tr. Wergea 20 jann. 1782 Johannes Karels, doopt Snits 23 nov. 1755, yn 1782 skippersfeint, letter arbeider te Ljouwert, stoarn dêr 22 sept. 1826, soan fan Carel Johannes en Sytske Clases.

Ut dit houlik:

a. Ytje Johannes, berne Ryptsjerk april 1788, doopt dêr 26 maart 1797.

b. Sytske Johannes, berne Ljouwert 29 maaie 1792, stoarn dêr 3 sept. 1849, tr. Ljouwert 22 juny 1817 Georg Postma, berne Harns 19 jann. 1788, keapman te Ljouwert (1818), slakkebakker⁶⁴ te Harns (1822, 1825), stoarn Veenhuizen 1 des. 1827, soan fan Nicolaas Postma en Anna Geerling.

c. Trijntje Johannes, berne Ljouwert 28 okt. 1795.

2. Hinke Wierds, berne Earnewâld sept. 1766, op belidenis doopt Ryptsjerk 22 maaie 1791, stoarn dêr 1801; net troud, wenne by har âlden.

61 TIE 107 191.

62 TIE 107 293, 343, 425. Speesjekohier Ryptsjerk nr. 30, Wierd wie eigener fan dat hûs.

63 TIE 108 305.

64 Slakken: sûkerslakken, snobbersguod; waarden ek kokyntsjes neamd.

VIIIj. Ypkje Aukes, berne Oentsjerk 1745, stoarn ûnder Hurdegaryp yn in feantinte 30 des. 1816, tr. Feanwâlden 10 april 1774 Oepke Sybes Veenstra, berne Feanwâlden 1742, doopt dêr 25 maaie 1755, feanarbeider, stoarn ûnder Hurdegaryp 12 jann. 1816, soan fan Sybe Heds en Dieuwke Oepkes. Ut dit houlik:

1. Sybe Oepkes Veenstra, berne Feanwâlden 6 des. 1786, folget IXb.

IXa. Ypkje Jurjens, berne Noarderdrachten 1743, op belidenis doopt Aldskoat 25 maaie 1794, stoarn Nijeskoat 17 des. 1822, tr. Wolvegea 11 des. 1768 Koop Hendriks Lap, fan Nijeholtwâlde, sy fan Noarderdrachten, doopt Nijeholtwâlde 16 jann. 1746, arbeider, stoarn Nijeskoat 16 maart 1817, soan fan Hendrik Luitjes en Trijntje Luitjes.

Koop Hendriks hat de namme Lap net offisjeel oannommen. Yn syn stjerakte stiet dat hy alimintearre waard en in widdo en fiif mearderjierrige bern neiliet. Gjiniën fan de bern hat lykwols ea de namme Lap fierd. Wy meie de amtner fan de suksesjerjochten wol tankber wêze dat hy de nammen fan dy bern (yn feite wiene it seis) en harren relaasjes opskreaun hat doe't Ypkje stoar, ek al waard se troch de tsjerke ûnderhâlden en wie der foar de fiskus neat te heljen.⁶⁵

Ut dit houlik:

1. Trijntje Koops de Vries, doopt Drachten 8 maart 1772, folget Xa.
2. Grietje Koops, berne Noarderdrachten 4 febr. 1774, folget Xb.
3. Sjoerdje Koops de Vries, berne Suderdrachten 17 maart 1777, folget Xc.
4. Tjitske Koops de Vries, berne Oerterp 25 maart 1779, folget Xd.
5. Hendrik Koops de Vries, berne Oerterp 23 febr. 1781, doopt dêr 15 april 1792, arbeider te Noardwâlde (1839), stoarn Laaghalen (gem. Beilen) 19 maaie 1848, wjend te Oerterp,⁶⁶ tr. Mildam 10 nov. 1805 Trijntje Baartes, berne Nijeholtwâlde 25 maart 1782, arbeidster, stoarn Noardwâlde 18 maaie 1839, dochter fan Baarte Roelofs en Geertje Rinkes.
6. Syntje Koops, berne Aldehaske 28 maaie 1785, folget Xe.
7. Jurjen Koops, berne Pepergea 9 sept. 1787, jong stoarn.

IXb. Sybe Oepkes Veenstra, berne Feanwâlden 6 des. 1786 (neffens syn eigen opjefte yn it befolkingsregister), arbeider te Hurdegaryp (1818),

65 Mem. van succ. 8004/198, ûnderdiel fan Alle Friezen. Ek Dirk Zeilmaker en syn oare helte Saeske fertsjinje ús ivige tank foar it bewurkjen fan dit fûns.

66 De amtners fan de gemeente Beilen fûnen it net de muoite wurdich om eefkes berjocht nei Opsterlân te stjoeren, lykas wetlik oars wol ferplichte wie. At se dat gewoan dien hiene, dan hie my dat in protte tiid besparre. Op Hendrik de Vries fine jo in soad akten, ek yn oare provinsjes

letter ûnder Burgum, stoarn dêr 20 jann. 1867, tr. Tytsjerksteradiel 5 sept. 1818 Trijntje Eites Offringa, berne Aldegea (Sm.) 24 okt. 1790, stoarn Burgum 12 des. 1832, dochter fan Eite Pieters Stellingwerf,⁶⁷ skoalmaster, en Minke Taekes.

Ut dit houlik:

1. Ypkjen Sybes Veenstra, berne Burgum 13 sept. 1819, folget Xf.
2. Eit (offisjeel: Eite) Sybes Veenstra, berne Burgum 25 aug. 1825, arbeider dêr en te Sumar, stoarn Burgum 7 juny 1870, tr. Tytsjerksteradiel 12 juny 1858 Neeltje Willems van der Woude, berne Feanwâlden 23 febr. 1829, stoarn Burgum 13 juny 1911, dochter fan Willem Hendriks van der Woude, arbeider, en Baukje Sierks van der Woude. Neeltje en har bern wennen letter by Johannes Ydes Feitsma, arbeider op de Burgumerheide.

Ut dit houlik:

- a. Baukje Eits Veenstra, berne Burgum 10 maaie 1859, stoarn Noardburgum 27 jann. 1941, tr. Tytsjerksteradiel 16 maaie 1885 Gosse Eelkes Hulzinga, berne Burgum 14 maaie 1858, arbeider dêr (Burgumerheide, yn 1936 omdoopt yn Noardburgum), stoarn Noardburgum 1 maaie 1945, soan fan Eelke Gosses Hulzinga, arbeider, en Adriana Fokkes Boomsma.
- b. Trijntje Eits Veenstra, berne Burgum 3 maaie 1861, stoarn Noardburgum 9 nov. 1946, tr. Tytsjerksteradiel 12 maaie 1900 Pieter Oedzes Venema, berne Burgum 28 des. 1862, arbeider dêr (Burgumerheide), stoarn Noardburgum 6 aug. 1949, widner fan Jantje Jans van der Heide, soan fan Oeds Klazes Venema, arbeider, en Aukje Pieters Robijn.
- c. Sybe Eits Veenstra, berne Burgum 11 sept. 1862, stoarn Sumar 1 febr. 1869.
- d. Maria Eits Veenstra, berne Burgum 22 sept. 1864, stoarn Noardburgum 4 jann. 1953, tr. 1. Tytsjerksteradiel 20 aug. 1887 Jouke Aukes de Vries, berne Burgum 9 jann. 1859, arbeider dêr, stoarn Burgum 25 okt. 1911, soan fan Auke Joukes de Vries, arbeider, en Trijntje Alberts van Akker; tr. 2. Tytsjerksteradiel 14 maaie 1914 Marten Laskewitz, berne Wânswert 5 maart 1867, smid ûnder Burgum (Noardburgum), stoarn Ljouwert 28 april 1936, wenjend te Noardburgum, soan fan Tiede Hendriks Laskewitz, smid, en Fokeltje Martens Hellinga.
- e. Ypkje Eits Veenstra, berne Burgum 10 febr. 1866, stoarn dêr 15 maaie 1867.

67 Hy waard inkeldris Offringa neamd; syn beppe wie Yda Offringa.

- f. Willem Eits Veenstra, berne Sumar 10 maaie 1868, stoarn Frjentsjer 31 jann. 1903, dan sûnder berop en net troude.
3. Wierd Sybes Veenstra, berne Burgum 30 maaie 1824, arbeider, yn 1855 te Burgum, letter yn De Westerein, stoarn Twizel 5 sept. 1912, wenjend yn De Westerein, tr. 1. Dantumadiel 29 maart 1855 Janke Jans Postma, berne De Westerein 15 aug. 1830, stoarn dêr 13 febr. 1858, dochter fan Jan Willems Postma, kreamer, en Antje Jans Dijkstra; tr. 2. Dantumadiel 20 jann. 1859 Wypkje Jelles de Jong, berne De Westerein 5 maaie 1832, stoarn dêr 18 aug. 1905, dochter fan Jelle Lieuwes de Jong, arbeider, en Jantje Baukes de Vries.
- Ut it earste houlik (berne De Westerein):
- a. Trijntje Wierds Veenstra, berne 12 nov. 1855, stoarn De Westerein 5 july 1860.
- b. Antje Wierds Veenstra, berne 6 febr. 1858, stoarn De Westerein 12 febr. 1858.
- Ut it twadde houlik (berne De Westerein):
- c. Jan Wierds Veenstra, berne 10 nov. 1859, stoarn De Westerein 23 nov. 1859.
- d. Trijntje Wierds Veenstra, berne 15 okt. 1860.
- e. Jan Veenstra, berne 3 okt. 1862.
- f. Janke Veenstra, berne 24 okt. 1864.
- g. Sybe Veenstra, berne 27 july 1866.
- h. Fokje Veenstra, berne 2 sept. 1868.
- i. Eit Veenstra, berne 5 july 1870.
- j. Gelfke Veenstra, berne 11 july 1872.
- k. Oebele Veenstra, berne 15 aug. 1876, stoarn De Westerein 6 maaie 1885.
4. Minke Sybes Veenstra, berne Burgum 28 okt. 1827, folget Xg.
5. Oeble Sybes Veenstra, berne Burgum 5 april 1831, stoarn dêr 6 april 1847.

Xa. Trijntje Koops de Vries, doopt Drachten 8 maart 1772, stoarn Harns 22 okt. 1835, tr. Deinum 12 maaie 1799 Sybe Doekes Fokkema, dan beide fan Deinum, berne Jirnsum 16 sept. 1774, sjippesiedersfeint te Harns, stoarn dêr yn it diakonij-earmhûs 6 des. 1840, soan fan Doeke Meintes, skipper, en Geiske Jans.

Ut dit houlik:

1. Doeke Sybes, berne Ljouwert 12 maart 1800, jong stoarn.
2. Ypkje Sybes Fokkema, berne Harns 23 july 1803, folget XIa.
3. Doeke Sybes Fokkema, berne Harns 18 juny 1806.
Doeke Siebes Fokkema, âld 20 jier, pakhúsfeint te Harns, die 30 nov. 1826 oanjefte fan de berte fan in soan Siebe Doekes Fokkema, in dei earder berne

te Harns út Gerritje Christiaans Riem, 23 jier; de oanjouwer “erkennende de vader van voorschreven kind te zijn”. It jonkje stoar te Harns 12 febr. 1832; de oanjouwers ferklearren dat syn heit doe al stoarn wie. Ik ha dêr gjin akte fan fine kind en fierder ek neat fan Doeke.

4. Geiske Sybes Fokkema, berne Harns 12 jann. 1811, stoarn Grins 12 maaie 1881, tr. Harns 20 juny 1839 Willem Barteles Wagenaar, berne Harns 16 juny 1811, timmerfeint, stoarn Grins 28 aug. 1888 yn it “Diaconie gasthuis”, soan fan Bartle Clases Wagenaar en Sybrigje Dirks Tadema. Sân bern; de húshâlding ferfeear yn septimber 1867 nei Grins.
5. Jacoba Fokkema, berne Harns 4 okt. 1814, stoarn Ljouwert 23 aug. 1852, tr. dêr 12 nov. 1843 Sytze van der Laan, berne Ljouwert 13 maaie 1814,⁶⁸ arbeider dêr, stoarn Ljouwert 20 okt. 1891, widner fan Jetske van der Bilt, soan fan Maria van der Laan. Hy tr. 3. Anna Maria Wilhelmina Steenhouwer; tr. 4. Pietie de Vries.

Xb. Grietje Koops, berne Noarderdrachten 4 febr. 1774, stoarn Jirnsum 21 juny 1851, tr. Raard 18 maaie 1806 Jetze Jans (1811: Kooistra, letter ek: Kooijstra), dan beide fan Raard, berne Gau 6 des. 1780 (neffens syn eigen opjefte yn it befolkingsregister), slachter te Jirnsum, stoarn dêr 23 july 1857, soan fan Jan Reinders en Janke Ruurds.

Ut dit houlik:

1. Janke Jetzes Kooi(j)stra, berne Jirnsum 27 sept. 1806, stoarn Grou 7 aug. 1878, tr. Idaarderadiel 15 maaie 1828 Tiete Taekes Bijlsma, berne Wergea 18 des. 1800, arbeider te Grou, stoarn dêr 24 jann. 1891, soan fan Taeke Tietes Bijlsma, winkelman, en Aafke Jelgers.
2. Jan Jetzes Kooistra, berne Jirnsum 1809, stoarn dêr 9 maart 1819.
3. Ypkje Jetzes Kooistra, berne Jirnsum 25 july 1811, stoarn dêr 9 des. 1820.
4. Coop Jetzes Kooistra, berne Jirnsum 19 des. 1815, folget XIb.

Xc. Sjoerdje Koops (1826: de Vries), berne Suderdrachten 17 maart 1777, stoarn Ljouwert 4 maart 1841, tr. Ljouwert 18 april 1802 Willem Schrein hout, doopt dêr 8 jann. 1758, timmerman-skrynwurker, stoarn Ljouwert 5 july 1826, soan fan Nicolaas Paulus, turfmjitter, en Janke Hendriks, widner fan Johanna Meeter; by har hie Willem fjouwer bern. Ut dit houlik (berne te Ljouwert):

1. Nicolaas Willem Schrein hout, berne 12 maart 1803, boekdrukkersfeint te Snits, Ljouwert, letter boekdrukker te Zwolle (1848), stoarn

68 Oanjûn troch syn mem 20 sept. 1837 op grûn fan it fûnis fan de ‘Regtbank van eersten Aanleg’ te Ljouwert d.d. 28 jann. 1833.

- dêr 17 maart 1870, tr. Ljouwert 2 aug. 1835 Lolkje Gerkes van Rijzen, berne Drachten 1803, stoarn Zwolle 24 maart 1868, dochter fan Gerke Gjalts van Rijzen, keapman, skipper, en Grietje Drieuwes Veenstra.
2. Jacobus Schreinhout, berne 2 des. 1804, kkommies by de pleatslike belestingen te Ljouwert, fjildwachter op 'e Jouwer, letter keapman te Ljouwert, stoarn dêr 28 juny 1865, tr. Ljouwert 27 okt. 1838 Elizabeth Jellema, berne Ljouwert 7 maart 1803, stoarn dêr 1 maart 1870, dochter fan Adrianus Jellema, skuonmakker, en Jetske Jacobs.⁶⁹
 3. Ynse Schreinhout, berne 19 july 1806, stoarn Ljouwert 28 sept. 1807.
 4. Ynskje Schreinhout, berne 6 sept. 1808, stoarn Ljouwert 1 des. 1885, tr. dêr 20 jann. 1833 Johannes Frederik Dijkstra, berne Ljouwert 27 maart 1798, skuonmakker, stoarn Ljouwert 31 des. 1871, soan fan Frederik Dijkstra en Engeltje Roos.
 5. Henderikus Schreinhout, berne 7 sept. 1810, stoarn Ljouwert 12 april 1811.
 6. Hendrikje Schreinhout, berne 30 jann. 1812, tsjinstfaam, stoarn Ljouwert 20 jann. 1885, tr. dêr 14 maaie 1848 Jan Wagenaar, berne Ljouwert 22 maart 1824, keapman te Ljouwert, stoarn dêr 25 des. 1903, soan fan Fedde Sierds Wagenaar, gernerier, en Ytje Jans van der Werf.
 7. Willem Schreinhout, berne 11 april 1814.
 8. Ynte Schreinhout (ek: Schrijnhout), berne 17 july 1816, arbeider te Ljouwert, letter winkelman te Boalsert, stoarn dêr 15 nov. 1888, tr. Ljouwert 28 aug. 1842 Anna Margaretha Zandstra, berne Ljouwert 1 maart 1818, stoarn Boalsert 16 maaie 1901, dochter fan Willem (ek: Widmer) Johannes Zan(d)stra, turfdragger, en Engeltje Barres van der Meulen.
 9. Jurjen Willem(s) Schreinhout, berne 14 maart 1819, pakhúsfeint, letter keapman te Ljouwert, stoarn dêr 17 juny 1891, tr. Ljouwert 16 maaie 1844 Johanna Wesbonk, berne Ljouwert 17 jann. 1821, stoarn dêr 6 july 1898, dochter fan Harmanus Wesbonk, arbeider, en Sytske Mensen.

Xd. Tjitske Koops de Vries, berne Oerterp 25 maart 1779, stoarn Harns 24 sept. 1826, tr. Nijehaska 10 juny 1804 Hendrik Hendriks Patroon, berne De Knipe 10 nov. 1776, arbeider yn It Hearrenfean (1813), tsjinner

69 M. de Lange en R. Boom, 'Genealogie Jellema (Jellum, Leeuwarden)', yn: *Gen. Jierb.* 2010 235-262.

fan Justysje dêr (1817), yn 1822 bidler sûnder fêst wenplak,⁷⁰ dêrnei ôfwêzich, soan fan Hendrik Ekkes Patroon en Minke Hendriks Tromp. Ut dit houlik:

1. Minke Hendriks Patroon, berne Nijehaske 26 april 1805, siet 1826 en 1827 fanwegen bidlerij yn de Ommerschans,⁷¹ stoarn Eesveen (gem. Steenwijkerwold) 23 maaie 1852, tr. Steenwijkerwold 13 maart 1828 Berend Harms Jonkers, berne Eesveen 1785, arbeider te Eesveen, stoarn dêr 20 maaie 1863, widner fan Albertje Wolters Saren, soan fan Harm Berends Jonkers en Willempje Harms.
2. Koop Hendriks Patroon, berne It Hearrenfean 19 jann. 1807, wenne dêr 1827, fersocht doe om 'e nocht ûntslach fan syn suster Minke út de Ommerschans (sjoch hjirboppe); fierder gjin spoar fûn.
3. Hendrik Hendriks, berne It Hearrenfean 19 juny 1809.
4. Ekke Hendriks Patroon, berne It Hearrenfean 31 jann. 1813.
5. Jan Hendriks Patroon, berne It Hearrenfean (gem. Einjewier) 24 maart 1817, stoarn Veenhuizen (gem. Norg) 24 jann. 1827.
Hy wie op 28 juny 1825 ynskreaun ûnder nr. 1292 en pleatst yn it "Derde Etablissement der Maatschappij van Weldadigheid".⁷²

Xe. Syntje Koops, berne Aldehaske 28 maaie 1785, stoarn Akkrum 16 sept. 1857, tr. Utingeradiel 30 april 1811 Hendrik Rienks Boxum, berne Akkrum 29 des. 1784, skûtmakker, letter skûtmakkersfeint te Akkrum, stoarn te Grou, wenjend by dochter Anke, 3 okt. 1876, soan fan Rienk Hendriks Boksum, skûtmakker, en Hanke Wybes.

Ut dit houlik:

1. Rienk Hendriks Boxum, berne Akkrum 25 des. 1811, skûtmakker dêr en te Ljouwert, Deinum; lêst skûtmakkersfeint te Huzum, stoarn dêr 7 maart 1892, tr. Utingeradiel 11 july 1841 Aaltje Willems Bijlsma, berne Aldeboarn 1 maaie 1820, stoarn Huzum 16 okt. 1881, dochter fan Willem Thomas Bijlsma, timmerman, en Baukje Jans Teves.
2. Anne Hendriks Boxum, berne Akkrum 3 maaie 1814, skûtmakker dêr, stoarn Akkrum 30 aug. 1845, net troude.
3. Jan Hendriks Boxum, berne Akkrum 9 maart 1816, keapman te Akkrum, fan 1874 ôf te Raard (Raarderhim), stoarn dêr 26 juny 1913, tr. 1. Opsterlân 29 maaie 1839 Janke Jacobs Hellingshuizer, berne Beetstersweach 15 sept. 1814, stoarn Akkrum 4 april 1860, dochter fan Jacob Pieter(s) Helling(s)huizer, jachtopsjenner, en Catharina

70 Sa stiet it yn de 'memorie van successie' fan syn suster Jantje, 8003/438.

71 Drentse Archieven, toegang 0186, inv.nr. 84, korrespondinsje fan de Permanente Commissie, fûn op AlleDrenten.

72 Drentse Archieven, toegang 0186, inv.nr. 1572, fûn op AlleDrenten.

- Ybeles Hofman; tr. 2. Raarderhim 20 april 1871 Geertje Jans van der Meulen, berne Aldeboarn 4 juny 1838, stoarn Raard 15 nov. 1889, widdo fan Klaas Wouters Veltman, dochter fan Jan Louwes van der Meulen, slachter, en Roeltje Jacobs Drijfhout.
4. Anke Hendriks Boxum, berne Akkrum 29 maart 1818, stoarn Ljouwert 25 juny 1902, wenjend te Huzum; tr. 1. Idaarderadiel 19 maaie 1842 Marten Sikkes Koldijk, berne Grou 1 okt. 1809, boerefeint, letter keapman te Grou, stoarn dêr 8 febr. 1880, soan fan Sikke Martens Koldijk, slachter, en Marike Jelles Schaap; tr. 2. Ljouwerteradiel 19 aug. 1886 Jan Gerbens de Jong, berne Drachten 12 okt. 1822, skipper, stoarn Ljouwert 18 okt. 1904, wenjend te Huzum, widner fan Trijntje Sytzes Jagersma (stoarn Harns 14 juny 1886), soan fan Gerben Sjoerds de Jong, arbeider, en Sietske Sjoerds.
 5. Jakobus Hendriks Boxum, berne Akkrum 30 maaie 1821, timmerfeint te Akkrum, Wergea, letter timmerman te Ljouwert, stoarn dêr 11 maart 1896, tr. 1. Utingeradiel 12 okt. 1856 Trijntje Gerbens Rodenburg, berne Jirnsum 20 maaie 1821, stoarn Akkrum 18 juli 1860, doe sutelster (“ventersche”), dochter fan Gerben Gabes Rodenburg, arbeider, en Schoutje Jacobs Siksma; tr. 2. Idaarderadiel 13 maaie 1865 Hylkjen Klazes Steeneveld, berne Akkrum 22 okt. 1820, stoarn Ljouwert 12 juny 1888, dochter fan Klaas Sybrens Steeneveld, arbeider, en Ymkjen Jans Zandstra; tr. 3. Ljouwert 13 april 1889 Aaltje Wieberens Herder, berne Nijegea (Sm.) 16 febr. 1828, stoarn Ljouwert 6 febr. 1904, dochter fan Wieberen Hessels Herder, boer, en Aukjen Roels Herder.
 6. Ypkjen Hendriks Boxum, berne Akkrum 15 maart 1823, stoarn dêr 1 sept. 1830.
 7. Elisabeth Hendriks Boksum, berne Akkrum 29 okt. 1825, stoarn Frjentsjer 14 des. 1888, tr. Idaarderadiel 1 juny 1849 Ate Andries Sjollema, berne Grou 25 des. 1823, skûtmakkersfeint te Akkrum, Grou, Drylts, Heech, Deinum, letter skûtmakker dêr, útskreaun nei Snits 12 maaie 1882, lêst skûtmakkersfeint te Frjentsjer, stoarn dêr 13 juny 1900, soan fan Andries Clazes Sjollema, ûnderwizer, en Lijsbeth Franzes Hoefnagel.
Ut dit houlik:
 - a. Syntje Ates Sjollema, berne Grou 4 april 1850, stoarn dêr 15 aug. 1850.
 - b. Andries Ates Sjollema, berne Drylts 29 juny 1851, stoarn dêr 7 july 1851.
 - c. Andries Sjollema, berne Drylts 24 des. 1852, skûtmakkersfeint te Menaam, letter te Frjentsjer (1901), stoarn Frjentsjer 17 jann. 1929, wenjend yn De Lemmer, tr. Menameradiel 17 juny 1875

- Nysje Bijlsma, berne Drachten 29 july 1852, stoarn Frjentsjer 8 des. 1920, dochter fan Ruurd Siedzes Bijlsma, skipper, en Pietertien Petrus de Valk.
- d. Hendrik Ates Sjollema, berne Heech 4 maart 1855, skûtmakkersfeint te Menaam, letter te Snits (1885), tr. Menameradiel 14 okt. 1880 Antje Douma, berne Menaam 14 febr. 1858, dochter fan Hette Joukes Douma, gerner, en Klaaske Jacobs de Jong.
 - e. Frans Ates Sjollema, berne Heech 25 maaie 1857, skûtmakkersfeint te Deinum, Makkum, Harns, Warkum (1896), tr. Menameradiel 11 sept. 1879 Trijntje Abes Adema, berne Menaam 19 okt. 1859, dochter fan Abe Aukes Adema, skipper, en Antje Ydes Tamminga.
 - f. Marten Ates Sjollema, berne Deinum 10 maaie 1859, stoarn dêr 18 sept. 1859.
 - g. Syne Ates Sjollema, berne Deinum 18 maart 1862, stoarn dêr 12 nov. 1863.
 - h. Marten Sjollema, berne Deinum 18 maart 1862, twilling mei foargeande, yn 1882 mei syn âlden nei Snits, 1890 fan Frjentsjer nei Amsterdam, skûtmakker, stoarn Amsterdam 22 maart 1912, net troude.
 - i. Syne Ates Sjollema, berne Deinum 30 nov. 1863, stoarn dêr 5 des. 1863.
 - j. Syntje Ates Sjollema, berne Deinum 20 juny 1865, stoarn dêr 18 sept. 1865.
8. Ypkjen Hendriks Boxum, berne Akkrum 17 juny 1831, folget XIc.

Xf. Ypkjen Sybes Veenstra, berne Burgum 13 sept. 1819, stoarn Rûgehuzen 5 nov. 1912, tr. 1. Dantumadiel 25 maart 1849 Jurjen Minnes Venema, berne Feanwâldsterwal ûnder Feanwâlden 28 nov. 1825, skipper, stoarn Feanwâlden yn syn skip 26 des. 1872, wenjend te Hurdegaryp, soan fan Minne Feyes Venema, skipper, en Wipkje Jurjens Postma; tr. 2. Dantumadiel 25 okt. 1873 Wytse Sytzes van der Meulen, berne Moarmwâld 15 febr. 1835, gerner te Feanwâlden, stoarn dêr 12 febr. 1879, soan fan Sytze Harkes van der Meulen, tolman, letter feanbaas, en Wytse Wybes van der Berg; tr. 3. Ljouwerteradiel 12 juny 1880 Tabe Gaeles de Vries, berne Wyns 25 maart 1822, turfskipper te Wyns, fan 1869 ôf komelker te Jelsum, yn 1880 fisker dêr, stoarn Burgum 10 sept. 1887, widner fan Tjitske Douwes Siegersma, soan fan Gaele Tabes de Vries, skipper, en Berber Klazes Bouwer; tr. 4. Gaasterlân 5 april 1890 Sible Pietersma, berne Balk 11 juny 1828, arbeider dêr en te Harich, stoarn Harich 4 febr. 1907, widner fan Lijsbert Lubberts de Wilde, soan fan Pieter Sibles Pietersma, arbeider, en Taetske Tjeerds Postma.

Ut it earste houlik:

1. Minne Jurjens Venema, berne Burgum 24 nov. 1850, folget XIId. Xg. Minke Sybes Veenstra (inkeldris: Feenstra), berne Burgum 28 okt. 1827, stoarn Reduzum 1 jann. 1909, tr. Tytsjerksteradiel 5 juny 1852 Marten Aans Bergsma, berne Earnewâld 7 sept. 1824, arbeider te Garyp, Earnewâld (1861); fisker dêr (1897), stoarn Earnewâld 21 aug. 1898, dan arbeider, soan fan Aan Jans Bergsma, arbeider, en Maaïke Lieuwes Kooistra.

Ut dit houlik:

1. Maaïke Bergsma, berne Garyp 11 maaie 1853, stoarn Warten 29 febr. 1924, tr. 1. Tytsjerksteradiel 12 juny 1875 Ype Sytzes Sytsma, berne Warten 9 juny 1840, boerefeint dêr, letter boer te Grou, stoarn dêr 16 maaie 1896, soan fan Sytze Nammens Sytsma, boer, en Hieke Wytzes van der Buurt; tr. 2. Idaarderadiel 19 juny 1897 Sytze Sytsma, berne Warten 20 nov. 1851, feehâlder dêr, stoarn Warten 6 april 1933, omkesizzer fan har earste man, soan fan Nammen Sytzes Sytsma, boer, lêst arbeider te Warten, en Sjoerdije Tjerks Spijckstra.
2. Sybe Martens Bergsma, berne Garyp 19 juny 1856, arbeider, stoarn Earnewâld 22 sept. 1871.
3. Trijntje Martens Bergsma, berne Garyp 28 aug. 1859, stoarn Bakkefean 21 juny 1924, tr. Idaarderadeel 14 maaie 1884 Joeke Hendriks van der Mei, berne Bakkefean 18 sept. 1856, boerefeint te Grou, letter arbeider te Bakkefean (1890), stoarn dêr 8 maart 1930, soan fan Hendrik Joekes van der Mei, arbeider, en Trijntje Wytzes Boersma.
4. Arend Martens Bergsma, berne Earnewâld 5 maart 1863, fisker dêr, wie 1910 net goed by de holle, stoarn Frjentsjer 13 july 1910, tr. Tytsjerksteradiel 12 nov. 1887 Minke van der Meer, berne Warten 1 sept. 1868, stoarn Earnewâld 1 sept. 1957, dochter fan Jan Gjalts van der Meer, arbeider, en Jetske Jitzes Jagersma.
5. Ypkje Martens Bergsma, berne Earnewâld 28 july 1865, folget XIe.
6. Akke Martens Bergsma, berne Earnewâld 12 maaie 1871, stoarn Grins 13 juny 1938, wenjend te Aldeberkeap, tr. Tytsjerksteradiel 12 maaie 1900 Broer Jelles Meijer, berne Garyp 7 nov. 1876, arbeider dêr, letter boer te Aldeberkeap, stoarn Drachten 6 july 1961, wenjend yn De Harkema, soan fan Jelle Broers Meijer, arbeider, en Baukje Broers Meijer.

XIa. Ypkje Sybes Fokkema, berne Harns 23 july 1803, stoarn dêr yn it earmhûs 27 febr. 1879, tr. Harns 12 juny 1828 Johannes IJzenbeek, berne dêr 28 okt. 1800, pakhús- en winkelfeint te Harns, stoarn dêr 11 july 1868, soan fan Trijntje Ruurds.

Yn it befolkingregister komt Ypkje nei 1860 foar as Ykje (Siebes) Fokkema, yn har stjerakte as Ymkje Fokkema. Har man komt ek foar as Johannes Hendriks IJzenbeek/ IJsenbeek.

Ut dit houlik (berne te Harns):

1. Doeke Johannes IJzenbeek, berne 23 sept. 1827, folget XIIa.
2. Hendrik IJzenbeek, berne 25 juny 1829, arbeider, letter molktaper te Harns, stoarn dêr 11 maaie 1900, tr. 1. Harns 11 nov. 1858 Rigte Dijkstra, berne Boalsert 11 jann. 1823, stoarn Harns 14 febr. 1873, dochter fan Joeke Feikes Dijkstra, skearbaas, en Marijke Johannes Plantinga; tr. 2. Harns 24 april 1873 Antje van der Wijk, berne Tienhoven (Utr.) 28 aug. 1835, stoarn Harns 11 aug. 1913, dochter van Wybe Jans van der Wijk, skipper, en Wiepkje Adams Looi. Ut beide houliken twa bern, allegearre jong stoarn.
Hendrik waard 22 nov. 1883 útskreaun nei "het derde gesticht" te Veenhuizen, gem. Norg. Doe't hy 4 maaie 1885 weromkaam waard hy pleatst yn it earmhûs, hy koe dus net mear terjochte by syn frou. Antje sutele yn dy tiid mei turf.
3. Trijntje IJzenbeek, berne 10 maart 1831, stoarn Harns 11 des. 1834.
4. Sybe IJzenbeek, berne 18 sept. 1833, stoarn Harns 11 nov. 1834.
5. Sybe IJzenbeek, berne 21 july 1835, stoarn Harns 9 des. 1835.
6. Trijntje IJzenbeek, berne 22 okt. 1836, stoarn Harns 24 nov. 1841.
7. Sybrigje IJzenbeek, berne 16 july 1839, stoarn Harns 27 des. 1843.
8. Tjietske IJzenbeek, berne 22 maart 1841, stoarn Harns 9 des. 1846.
9. Barend IJzenbeek, berne 8 aug. 1846, slepersfeint, los arbeider te Harns, stoarn dêr 26 july 1917, tr. Harns 20 maaie 1875 Janke Brandsma, berne Snits 30 maart 1846, stoarn Harns 30 april 1901, dochter fan Hendrik Brandsma, skûtmakkersfeint, ek sjouwerman, en Rinske Wenning.

Ut dit houlik:

Rinske IJzenbeek, berne Harns 3 sept. 1880, stoarn dêr 26 nov. 1918 (dan: IJzenbeek), tr. Harns 28 nov. 1901 Wiebe Riem, berne Harns 22 april 1871, panbakker, stoarn Harns 13 nov. 1949, soan fan Hendrik Riem, sjouwerman, en Catharina Leenstra.

XIb. Coop (Kobus) Jetzes Kooistra, berne Jirnsum 19 des. 1815, slachter dêr, stoarn Jirnsum 26 july 1889, tr. 1. Raarderhim 7 des. 1844 Maaie Luitzens Schaap, berne Jirnsum 26 aug. 1814, stoarn dêr 10 jann. 1854, dochter fan Luitzen Aukes Schaap, slachter, en Ruurdte Douwes Wildschut; tr. 2. Raarderhim 16 okt. 1862 Jantje Lolkes Ongeluk, berne Grou 6 okt. 1825, stoarn Jirnsum 27 okt. 1898, dochter fan Lolke Jans Ongeluk, sjouwerman, letter skipper, en Hiske Baukes Visser.

Ut it earste houlik (berne te Jirnsum):

1. Libbenleas jonkje, berne 23 april 1845.
2. Ypkjen Kobus Kooistra, berne 17 okt. 1846, folget XIIb.
3. Luitzen Kobus Kooistra, berne 11 jann. 1849, stoarn Jirnsum 24 aug. 1849.

4. Ruurdje Kobus Kooistra, berne 20 nov. 1850, tsjinstfaam te Jirnsum, stoarn dêr 26 okt. 1869, net troude.

Ut it twadde houlik (berne en stoarn te Jirnsum):

5. Jan Coops Kooistra, berne 27 febr. 1863, stoarn 14 maart 1863.
6. Hidde Coops Kooistra, berne 27 febr. 1863, stoarn 29 maart 1863.
7. Hiske Coops Kooistra, berne 1 april 1865, stoarn 12 maaie 1865.
8. Libbenleas jonkje, berne 1 april 1865.

XIc. Ypkjen Hendriks Boxum, berne Akkrum 17 juny 1831, stoarn Ljouwert 16 des. 1903, tr. Utingeradiel 10 maaie 1857 Wobbe Bjintzes Hylkema, berne Langsweagen 7 febr. 1825, boerefeint te Haskerdiken, letter slachter en keapman te Akkrum, stoarn dêr 2 des. 1896, soan fan Bjintze Hylkes Hylkema, boer, en Geeske Wisses Luxwolda.

Ut dit houlik:

1. Hendrik Wobbes Hylkema, berne Akkrum 7 nov. 1858.
Yn it befolkingsregister 1870-1894 stiet achter syn namme: "Ambtshalve geroieerd". Sa'n oantekening hâldt gewoanlik yn dat de persoan yn kwestje sûnder kundskip fuortgien is en dat gjinien wit wêr't er bedarre is.
2. Geeske Wobbes Hylkema, berne Akkrum 26 aug. 1861, folget XIIc.

XId. Minne Jurjens Venema, berne Burgum 24 nov. 1850, skipper te Feanwâlden en Burgum, ek arbeider, fan 1907 ôf arbeider te Ljouwert, yn 1911 nei Grins ferhuze, stoarn dêr 22 maart 1931, tr. Dantumadiel 29 okt. 1874 Antje Alberts de Haan, berne Burgum 27 jann. 1849, stoarn Assen 7 maart 1924, wenjend te Grins, dochter fan Albert Joukes de Haan, arbeider, en Mijnje Ebes Zandberg.

Ut dit houlik:

1. Iepkje Venema, berne Haulerwyk 9 april 1875, stoarn Burgum 27 febr. 1882.
2. Albert Venema, berne Ljouwert 29 maart 1876, stoarn Grins 2 des. 1955. Hy hat net troude west.
3. Mina Venema, berne Ljouwert 22 sept. 1877, stoarn Grins 13 nov. 1948, tr. Ljouwert 26 april 1902 Tjitze Alberts de Haan, berne Burgum 1 jann. 1865, skipper te Ljouwert, letter te Grins, stoarn dêr 8 febr. 1950, soan fan Albert Joukes de Haan, arbeider, en Mijnje Ebes Zandberg. Tjitze wie de omke fan Mina; houliken tusken omke en nicht wiene by de wet ferbean. Se krigen dispensaasje by K.B. fan 18 febr. 1902 nr. 12. Yntusken hiene se al twa bern; dy waarden no wettige. Letter hawwe se mear bern krigen.
4. Jurjen Minnes Venema, berne Burgum 3 febr. 1879, skipper te Burgum, letter arbeider te Grins en Ljouwert, skoarstienreager te Ljouwert (1927), skipper te Ljouwert (1930) en Snits (1942), libbe noch 1962, tr. 1. Grins 1 maaie 1904 (skieding ynskreaun dêr 14 okt. 1925)

Tetje Klompstra, berne Burgum 15 febr. 1884, stoarn Grins 3 okt. 1936, dochter fan Rienk Symens Klompstra, arbeider te Burgum, letter skoarstienreager te Grins, en Antje Roels Zandberg (Tetje tr. 2. Gerardus Mulder); tr. 2. Ljouwert 27 aug. 1927 Barteltje Zeilstra, berne It Mar 1 juny 1882, stoarn Snits 25 jann. 1962, widdo fan Lammert Schouwstra, dochter fan Folkert Zeilstra, arbeider, en Geertje Post. Tetje Klompstra har oerpake wie Rienk Jans Klompstra, sjoch VIIIg, 3e.

5. Jouke Minnes Venema, berne Burgum 9 maaie 1881, skipper, ek keapman, stoarn Ljouwert 13 sept. 1952, tr. dêr 24 aug. 1907 Aaltje Rienks Klompstra, berne Burgum 7 febr. 1879, stoarn Grins 11 des. 1908, wenjend te Ljouwert, suster fan Tetje, sjoch nr. 4 hjirboppe.
6. Iepkje Venema, berne Ljouwert 27 febr. 1883, stoarn Wolfheze (gem. Renkum) 30 sept. 1932, wenjend te Grins, net trouw.

It kin hast net oars of Iepkje wie dêr opnommen yn de psychiatryske ynrjochting.

7. Tjitse Venema, berne Ljouwert 26 maart 1885, stoarn dêr [april] 1959. Tjitse wenne by syn âldere broer Jouke, dy't nei 1908 altyd widner bleaun is; se wennen yn Jouke syn skip. Tjitse wie om 1930 hinne grûnwurker en hat net trouw west.

Op 15 april 1959 waard syn stjerakte ynskreaun op grûn fan oanfeite troch de offisier fan Justysje, dat it lyk fan Tjitse op 13 april fûn wie. Yn 'e krante ha'k hjir neat oer fûn.

8. Minne Venema, berne Burgum 18 okt. 1887, stoarn It Hearrenfean 12 maaie 1889.
9. Minne Venema, berne Makkingea 13 aug. 1891, keapman te Ljouwert, stoarn dêr 18 juny 1949. Hy hat net trouw west.

XIe. Ypkje Martens Bergsma, berne Earnewâld 28 july 1865, stoarn Reduzum 7 sept. 1904, tr. Idaarderadiel 13 maaie 1893 Wybe Jellema, berne Grou 8 sept. 1869, lânarbeider te Reduzum, stoarn dêr 17 nov. 1947, soan fan Wybe Sybes Jellema, arbeider, en Antje Wybes Pekema; hy tr. 2. 1917 Hylkje Johannes Vleer.

Ut dit houlik:

1. Wybe Jellema, berne Reduzum 7 jann. 1896, stoarn dêr 23 july 1899.
2. Wypkje Anna Jellema, berne Reduzum 24 juny 1900, stoarn dêr 29 nov. 1983, tr. 1. Idaarderadiel 21 aug. 1924 (skieding ynskreaun dêr 20 febr. 1946 op grûn fan fûnis fan de rjochtbank te Rotterdam d.d. 12 juny 1944) Hendrik Hiemstra, berne Wergea 28 maart 1900, skipsklinker, letter gemeentewurkman te Rotterdam, stoarn dêr 1 febr. 1965, soan fan Abraham Hiemstra, arbeider, en Pietje Herder (hy tr. 2. Anna Rosalia van Vliet); tr. 2. Catharinus Siksma, berne Huzum 26 jann. 1901, timmerfeint, stoarn Reduzum 21 april 1968, earder trouw west mei en skieden fan Dirkje van Dijk, soan fan

Hyltje Siksma, strjitfeier te Huzum, letter arbeider te Friens en Reduzum, en Sjoukje Agema.

3. Marten Jellema, berne Reduzum 26 nov. 1903, boerefeint te Idaard (1921), Raard (1923), útskreaun nei Rotterdam 13 juny 1925; wie dêr earst havenarbeider, letter grûnwurker, tr. Rotterdam 8 april 1931 Francina de Schrijver, berne Middelburg 8 april 1911, dochter fan Adriaan de Schrijver en Jannetje Krijger.

XIIa. Doeke Johannes IJzenbeek, berne Harns 23 sept. 1827, pakhús- en winkelfeint dêr, stoarn Harns 28 febr. 1861, tr. dêr 17 maaie 1855 Grietje Wagenaar, berne Snits 25 febr. 1832, stoarn Harns 18 febr. 1905, dochter fan Meile Wagenaar, blaufersfeint, en Johanna Cornelis de Jong. Grietje tr. 2. Harns 28 july 1864 Thomas Beidschat en 3. Harns 16 maaie 1878 Tjeerd Brandsma.

Ut dit houlik:

1. Ypkje IJzenbeek, berne Harns 11 nov. 1856, stoarn dêr 29 sept. 1884, tr. Harns 13 maaie 1880 Barend de Vries, berne Harns 5 april 1859, skuonmakker dêr, stoarn Harns 27 july 1946, soan fan Engele de Vries, skuonmakker, en Hiltje Groen; hy tr. 2. Harns 20 nov. 1884 Janneke Gemser.

Ut dit houlik:

Grietje de Vries, berne Harns 6 maart 1882, stoarn dêr 25 april 1886.

2. Meile IJzenbeek, berne Harns 13 jann. 1860, stoarn dêr 12 febr. 1860.
3. Johanna IJzenbeek, berne Harns 11 juny 1861, stoarn dêr 4 july 1862.

XIIb. Ypkjen Kobus Kooistra, berne Jirnsum 17 okt. 1846, stoarn De Grinzer Pein (Opende, Gr.) 10 jann. 1905, tr. Idaarderadiel 14 maaie 1874 Reinder Klazes Nauta, berne Jistrum 31 maart 1841, arbeider te Surhuzum, letter yn De Grinzer Pein, stoarn Lettelbert (gem. Leek, Fr.: De Like) 10 febr. 1919, widner fan Ypkjen Geerts Smeding,⁷³ soan fan Klaas Sjoukes Nauta, timmerman en kastlein, en Aaltje Reinders Boetes.

Ut dit houlik (berne yn de Grinzer Pein):

1. Klaas Nauta, berne 7 febr. 1875, folget XIIIa.
2. Maaïke Nauta, berne 2 des. 1877, folget XIIIb.
3. Jacobus Nauta, berne 2 juny 1880, folget XIIIc.
4. Rikstje Nauta, berne 9 okt. 1882, folget XIId.
5. Reinder Nauta, berne 10 jann. 1885, boer te Oldekerk, stoarn dêr 12 july 1955, tr. 1. Grootegast 13 maaie 1905 Trientje Alserda, berne De Grinzer Pein 2 sept. 1882, stoarn Oldekerk 18 maaie 1945, dochter

73 Dizze Ypkjen kin ik net yn famyljeferbân bringe mei de neiteam fan Evert Sjoerds. Se is neamd nei har beppe Ypkjen Geerts Smeding (1768-1844), fan De Rottefalle.

- fan Douwe Alserda, arbeider, en Bauktje Franken; tr. 2. Bregtje Zwart. Ut it earste houlik in soan Reinder, berne 1906.
6. Rintje Nauta, berne 29 jann. 1888, stoarn De Grinzer Pein 26 maaie 1889.
 7. Rintje Nauta, berne 20 aug. 1890, folget XIIIe.

XIIc. Geeske Wobbles Hylkema, berne Akkrum 26 aug. 1861, stoarn dêr 26 april 1930, tr. Utingeradiel 23 nov. 1883 Jan Sybrens Beeksma, berne Terherne 24 sept. 1856, skipper te Akkrum, stoarn dêr 15 nov. 1941, soan fan Sybren Bokkes Beeksma, skipper, en Ytje Jans van der Schaaf.

Ut dit houlik:

1. Ypkje Beeksma, berne Terherne 23 maart 1884, stoarn Ljouwert 8 juny 1964, wjend te Marrum, dêr begroeven, tr. Utingeradiel 5 maaie 1910 Anne Tuinstra, berne De Westerein 1 aug. 1880, weinmakker te Marrum, stoarn dêr 18 april 1947, soan fan Ritske Jans Tuinstra, arbeider, letter stjoerman, en Geertje Annes Boersma.
Ut de rouadfertinsje foar dochter Geeske Tuinstra, stoarn te Ferwert 29 nov. 1994, lit him ôfliede dat hja gjin bern hie en dat de namme Ypkje net mear foarkaam yn de famylje. Anne Tuinstra wie famylje fan Wytke Tuinstra, sjoch XIIIb, 3.
2. Ytje Beeksma, berne Akkrum 15 okt. 1885, stoarn dêr 3 aug. 1948, tr. Utingeradiel 13 juny 1912 Hans Jarings, berne Akkrum 20 maart 1887, koperslagger te Frjentsjer, Ljouwert, sûnt maaie 1919 te Akkrum, stoarn Akkrum 30 nov. 1957, soan fan Tjitze Hanzes Jarings, koperslagger, en Antje Bouma.
3. Wobbe Beeksma, berne Akkrum 27 aug. 1887, skipper dêr, stoarn Jirnsum 2 aug. 1948, wjend te Akkrum, tr. Smellingerlân 10 aug. 1916 Tjettje Bergsma, berne Boarnburgum 25 des. 1894, stoarn 3 febr. 1972, begr. Akkrum, dochter fan Jacob Bergsma, skipper, en Trijntje Ypenga.
4. Sybrigje Beeksma, berne Akkrum 20 juny 1890, tr. Haskerlân 30 maaie 1919 Bouke Langius, berne De Jouwer 9 okt. 1890, fytsmakker dêr, sûnt april 1932 koperslagger te Burgum, soan fan Alle Langius, koperslagger, en Willemkje Riepkema.
5. Hendrik Beeksma, berne Akkrum 9 nov. 1900, beurtskipper, stoarn It Hearrenfean 16 maaie 1986, tr. Utingeradiel 30 maaie 1930 Jacoba Sipkema, berne Langwar 14 aug. 1903, stoarn Noardburgum 8 nov. 1991, dochter fan Jan Sipkema, arbeider, en Tjitske Wytma.

XIIIa. Klaas Nauta, berne De Grinzer Pein 7 febr. 1875, arbeider te Doezum, Reduzum, Goutum, Boksum; stoarn Aldegea (Sm.) 14 april 1957, tr. Grootegast 24 okt. 1901 Trientje Slagter, berne Doezum 23 maaie 1878,

stoarn Achtkarspelen 11 maaie 1962, dochter fan Albert Slagter, slachter, en Gerritje Westra.

Ut dit houlik:

1. Reinder Nauta, berne Doezum 5 des. 1901, arbeider te Reduzum, Wurdum, sûnt 1935 te Huzum, stoarn Ljouwert 23 maaie 1951, tr. Ljouwerteradiel 17 maaie 1924 Hiltje Algra, berne Oentsjerk (Mûnein) 18 sept. 1902, stoarn Hurdegaryp (Bennemastate) 30 okt. 1979, dochter fan Egbert Hendriks Algra, karrider, letter boer, en Maaïke Willems Dijkstra.
2. Gerritje Nauta, berne Kornhorn 31 july 1904, tsjinstfaam te Wytgaard, Baard, Tersoal, Reduzum en mear plakken, stoarn 11 aug. 1977, begr. Damwâld, tr. Menameradiel 7 maaie 1936 Pieter Visser, berne Deinum 3 okt. 1901, feehâlder oan de Simmerdyk te Hurdegaryp, 1948 útskreaun nei Dantumadiel, wenne 1957 oan de Feanwâldsterwal, stoarn 10 febr. 1979, begr. Damwâld, soan fan Douwe Pieters Visser, gernier, en Antje Greijdanus.
3. Albert Nauta, berne Doezum 19 maaie 1906, arbeider te Boksum, Grou; 1938 winkelman te Suwâld, stoarn 9 april 1983, begr. Suwâld, tr. Idaarderadiel 18 juny 1931 Ruurdte Algra, berne Wurdum 10 july 1910, tsjinstfaam te Reduzum, Easterein, Wurdum, stoarn 3 des. 2001, begr. Suwâld, dochter fan Andries Hendriks Algra, arbeider, en Sytske Rijpstra.
4. Ypkjen Nauta, berne Doezum 19 april 1908, tsjinstfaam te Boksum, Marsum, stoarn 24 des. 1998, begr. Aldegea (Sm.), tr. Gerben Jongsma, berne De Pein 4 okt. 1910, stoarn 22 des. 1989, begr. Aldegea, soan fan Jan Jongsma, arbeider, en Jacobje Baron. Ypkjen en Gerben ferhuzen 1974 fan Marsum nei Hurdegaryp.
5. Jacobus Nauta, berne Doezum 20 maaie 1910, grienteman te Reduzum, útskreaun nei Ned. East-Indië 26 july 1935; wenne 1957 te Zuidwolde, stoarn 2 aug. 1987, begr. Zuidwolde, tr. Tietje Spieringa, berne Skearnegoutum 25 nov. 1907, stoarn 22 des. 2001, begr. Zuidwolde, dochter fan Pieter Spieringa, arbeider, en Berber Walinga.
6. Jan Nauta, berne Doezum 20 jann. 1915, wenne 1957 te Voorburg.

XIIIb. Maaïke Nauta, berne De Grinzer Pein 2 des. 1877, stoarn Surhústerfean 26 juny 1949, tr. 1. Grootegast 19 okt. 1894 Edze Ophuis, berne Surhuzum 12 febr. 1870, arbeider, stoarn De Grinzer Pein 13 april 1896, soan fan Sint Jans Ophuis, arbeider, en Froukje Douwes de Vries; tr. 2. Grootegast 18 okt. 1898 Sytze van Dellen, berne Surhústerfean 22 jann. 1875, arbeider yn De Grinzer Pein, sûnt 1905 te Surhústerfean, boer dêr (1933), stoarn Surhústerfean 14 april 1958, soan fan Durk Sjieuwes van Dellen, arbeider, en Gepke Tiemens Wiersma.

Ut it earste houlik:

1. Reinder Ophuis, berne De Grinzer Pein 26 jann. 1896, kleanmakker te Surhústerfean, stoarn Drachten 30 juny 1962, wenjend te Surhústerfean; hy hat net troud west.

Ut it twadde houlik:

2. Dirk van Dellen, berne De Grinzer Pein 20 aug. 1899, by syn houlik arbeider te Surhústerfean, stoarn 10 maart 1983, begr. Doezum, tr. Achtkarspelen 17 maaie 1924 Jitske Gjaltema, berne Surhústerfean 24 july 1900, stoarn 22 jan. 1980, begr. Doezum, dochter fan Pieter Gjaltema, arbeider, en Grietje van der Heide.
3. Klaas van Dellen, berne De Grinzer Pein 12 aug. 1902, arbeider te Surhústerfean, stoarn 17 nov. 1981, begr. Surhústerfean, tr. Achtkarspelen 12 aug. 1922 Froukje Tjoelker, berne Surhústerfean 3 juny 1901, stoarn 20 nov. 1979, dochter fan Jilles Tjoelker, arbeider, en Wytse Tuinstra.
4. Sjoerd van Dellen, berne De Grinzer Pein 18 okt. 1904, keapman te Surhústerfean, stoarn dêr 12 jann. 1959, tr. 1. Achtkarspelen 7 juny 1928 (skieding dêr ynskreaun 27 juny 1938) Trijntje Talsma, berne Hurdegaryp 29 des. 1906, útskreaun nei Nijlân (Wymbr.) 30 okt. 1928 mei har dochterke Enkjen, dochter fan Huite Talsma, skuonmakker, en Enkjen Adema; tr. 2. Grootegast 19 july 1940 Tetje Bekkema, berne De Grinzer Pein 29 maaie 1914, stoarn Surhústerfean 24 okt. 2000, dochter fan Bonne Bekkema, feehâlder, en Teetske Wassenaar.
5. Ype van Dellen, berne Surhústerfean 10 maart 1907, boerefeint dêr (1930, 1938), stoarn Assen 16 maart 1982, tr. Achtkarspelen 17 april 1930 Beitske Gjaltema, berne Twizel 12 april 1909, stoarn foar 1982, dochter fan Gjalt Hendriks Gjaltema, arbeider, en Trijntje Kempenaar.
6. Tiemen van Dellen, berne Surhústerfean 30 juny 1909, bakker te Goutum, stoarn 12 april 1962, begr. Goutum, tr. Marum 13 maaie 1933 Berendje Nienhuis, berne Noordwijk 12 nov. 1908, stoarn 7 nov. 1974, dochter fan Albert Nienhuis, keapman, en Trijntje Bron.
7. Geert van Dellen, berne Surhústerfean 5 nov. 1911, stoarn De Grinzer Pein 9 jann. 1980, tr. Sjoukje van der Hoek, berne De Grinzer Pein 23 juny 1915, stoarn dêr 6 april 1996.
8. Ypkje van Dellen, berne Surhústerfean 27 july 1915, stoarn De Grinzer Pein 22 des. 2007, tr. 1940 Sjoerd van der Meer, berne Surhústerfean 9 sept. 1911, feehâlder dêr, stoarn Surhústerfean 16 maart 1984, soan fan Hendrik van der Meer, arbeider, en Gertje Helmhout (suster fan Hielkje en Pieter, sjoch XIIIc en XIIIId).
9. Gepke van Dellen, berne Surhústerfean 24 maaie 1919, stoarn dêr 10 july 2012, tr. Jan van der Velde, berne 14 febr. 1915, stoarn De Grinzer Pein 15 maaie 2004, soan fan Sytze van der Velde, feehâlder, en Tietje Postma.

XIIIc. Jacobus Nauta, berne De Grinzer Pein 2 juny 1880, arbeider te Doezum, Marum, lêst te Grijpskerk, stoarn dêr 27 maart 1957, tr. 1. Grootegast 15 okt. 1904 Hielkje Helmhout, berne Surhústerfean 8 maaie 1882, stoarn Grins 21 nov. 1919, wenjend te Grijpskerk, dochter fan Hendrik Helmhout, arbeider, en Aafke Oedzes Eilander; tr. 2. Achtkarspelen 3 des. 1921 Bouktje Mulder, berne Gaarkeuken (gem. Grijpskerk) 2 maart 1899, stoarn Grijpskerk 24 juny 1979, dochter fan Jan Jakob Mulder, arbeider, en Riemke Dam.

Ut it earste houlik:

1. Ypkjen Nauta, berne De Grinzer Pein 18 aug. 1903, wettige by houlik fan har âlden 1904, fan 1922 oant 1926 tsjinstfaam te Jistrum, doe nei Stroobos; wer te Jistrum 1927, wenne doe by Klaaske Gerrits Steindam, bolkoerrinster, muoike fan har lettere man; útskreaun 3 maaie 1928 nei Princenhage, stoarn 24 sept. 1999, begr. Jistrum, tr. Tytsjerksteradiel 3 maaie 1928 Klaas Steendam, berne Jistrum 12 maaie 1902, yn 1928 kommies by de belestingen te Princenhage, stoarn Maassluis 27 juny 1990, begr. Jistrum, soan fan Roel Gerrits Steendam (ek: Steindam), arbeider, letter boer, en Janke van der Bij.
2. Hendrik Nauta, berne Doezum 22 july 1906.
3. Aafke Nauta, berne Marum 23 okt. 1908.
4. Reinder Nauta, berne Marum 24 july 1911.
5. Geertje Nauta, berne Marum 29 okt. 1913.
6. Ritskje Nauta, berne Marum 5 maart 1916, stoarn 18 april 2000, begr. Heemskerk, tr. Grins 25 july 1940 Sytse Jacobs, berne Wâlterswâld 20 july 1914, boerefeint dêr, stoarn 14 okt. 1996, begr. Heemskerk, soan fan Wieger Jacobs, molkrider, en Eelkje Postma.
7. Karst Nauta, berne Grijpskerk 22 july 1918.

Ut it twadde houlik (û.o.):

8. Riemke Nauta, berne Grijpskerk 1928, stoarn dêr 2 des. 1930.
9. Trijntje Nauta, berne Grijpskerk maart 1930, stoarn dêr 28 okt. 1930.

XIIIId. Rikstje Nauta, berne De Grinzer Pein 9 okt. 1882, stoarn Grins 31 july 1967, wenjend te Surhuzum, tr. Grootegast 5 des. 1900 Pieter Helmhout, berne Surhústerfean 9 febr. 1880, arbeider yn de Grinzer Pein, maaie 1907 nei Surhústerfean, maaie 1915 nei Surhuzum, stoarn Grins 14 aug. 1967, wenjend te Surhuzum, broer fan Hielkje (XIIIc).

Ut dit houlik:

1. Ypkjen Helmhout, berne De Grinzer Pein 30 maart 1902, stoarn Raalte 26 nov. 1992, tr. Tytsjerksteradiel 24 sept. 1931 Wybe Rintjes Hoogland, berne Burgum 22 july 1882, feehâlder te Noardburgum, stoarn [dêr] 4 des. 1954, soan fan Rintje Pieters Hoogland, kastlein, en Rikstje Klazes Nauta.

- Rikstje Klazes Nauta (1852-1925) wie in suster fan Reinder (XIIb); Wybe en Ypkjen wiene dus achterneef en -nicht.
2. Aafke Helmhout, berne De Grinzer Pein 9 juny 1903.
 3. Reinder Helmhout, berne De Grinzer Pein 5 maaie 1905.
 4. Geertje Helmhout, berne De Grinzer Pein 11 des. 1906, tr. Achtkarspelen 4 april 1929 Geert van der Velde, berne Surhuzum 18 maart 1903, arbeider, soan fan Tobias van der Velde, arbeider, en Trijntje van Minnen.
 5. Hendrik Helmhout, berne Surhústerfean 22 maaie 1909, by syn houlik arbeider te Surhuzum, tr. Achtkarspelen 3 okt. 1931 Aukje Oldenburger, berne Surhuzum 22 july 1915, dochter fan Hendrik Oldenburger, arbeider, en Martje Helder.
 6. Klaas Helmhout, berne Surhústerfean 8 febr. 1911, arbeider te Surhuzum en oare plakken yn dy snuorje, tr. Klaaske van der Wijk, berne Surhústerfean 22 jann. 1915, dochter fan Anne van der Wijk, arbeider, en Fopkjen Bijma.
 7. Hielkje Helmhout, berne Surhústerfean 24 aug. 1913, stoarn dêr 10 juny 1914.
 8. Karst Helmhout, berne Surhuzum 1 okt. 1915, arbeider dêr, maaie 1937 nei Gerkeskleaster, tr. Achtkarspelen 24 sept. 1936 Hielkje Kloosterman, berne Surhuzum 1 aug. 1910, widdo fan Rommert Kats, dochter fan Tjeerd Kloosterman, arbeider, letter boer, en Baukje Zijlstra.
 9. Hielkje Helmhout, berne Surhuzum 29 okt. 1916, tr. Grootegast 14 febr. 1936 Gjalt Gjaltema, berne De Grinzer Pein 28 febr. 1914, keapman dêr, soan fan Albert Gjaltema, keapman, en Jantje Spoelstra.
 10. Maaike Helmhout, berne Surhuzum 8 maaie 1919.

XIIIe. Rintje Nauta, berne De Grinzer Pein 20 aug. 1890, arbeider, letter boer te Marum, stoarn dêr 16 april 1972, tr. Marum 18 juny 1913 Geertruida Poelman, berne Marum 27 aug. 1892, stoarn dêr 3 july 1977, dochter fan Hendrik Poelman, arbeider, en Jacoba Holtrop.

Ut dit houlik:

1. Ypkjen Nauta, berne Marum 11 aug. 1913, stoarn Grins 11 febr. 1990, tr. Marum 4 juny 1938 Roelf van Bergen, berne Waarden (gem. Grijskerk) 24 des. 1910, doe sutelder by de bakker, soan fan Roelf van Bergen, postrinder, en Willemke Keizer.
2. Jacoba Nauta, berne Marum 5 sept. 1914, stoarn 28 sept. 1980, tr. Marum 26 maart 1938 Jan Boerma, berne De Wilp 18 maaie 1911, manufakturier, stoarn De Wilp 27 july 1989, soan fan Wietze Boerma, arbeider, en Rinskje Dorenbos.
3. Reina Nauta, berne Marum aug. 1922, stoarn dêr 17 july 1923.

Bylage (argyf Hof fan Fryslân, ynv.nr. 7496, fol. 237v).

D'Procureur Generael, clager
contra
Evert Syoerdtz van Tersool,
gevangen ende beclaechde

Also den Hove van Frieslandt uyt den confessie van Eeuert Syoerdtz van Tersool, jegenwoordige gevangen, ende andersins uyt de proceduren genoehsaem is gebleecken, dat hij gevangen op den 22sten february 1617 ten huysen van Birde Inthies, herbergier tot Roordahuysum, met eenen Hoyte Melis ende meer andere gelachs-genoten sittende te drincken, d'selue Hoyte hem nae sijn sin geen bescheidt willende doen, met het mess toegetrocken ende hem daermede van achteren over ende in de mouwe gesteucken ende gesneden heeft, invoegen dat de voors. Hoyte, om sijn lijff te salveren hem onder het jonckvolck heeft moeten versteucken. Ende dat Douwe Tyallinghs van Friens, sulx siende, tot den gevangen gesecht heeft: hoe steckstu ofte snijstu den jongman, designerende den gemelten Hoyte, so schelmachtich. Waerop de gevangen terstondt den voors. Douwe Tyallinghs met sijn mes aengevallen, ende hem daermede een steck in sijn slincker borst geinfligeert heeft, sulx dat hij, ter aerden vallende, dadelijck sonder een woort te spreeken daaraan gesturven ende overleden is. Als mede dat hij gevangen voorts, ten herberge uytgaende met het bloedige mes inde handt, opden gebuyrte van Roordahuysum voors. met den voornoembde Melis ende andere wederomme in gevecht is geraeckt, hebbende hem voorts daernaen opden vlucht begeeven. Ende dat de gevangen uyt dese provincie geweecken sijnde, hem eenen tijtlanck op Amelandt onthouden heeft, mitzgaders vanden Procureur Generale overt voors. delict bij edict geciteert ende ingeroepen sijnde, uytgebleeven ende niet gecompareert en is.


Alle 't welcke sijn saecken van seer quaden gevolge die daeromme anderen ten exemple niet behooren ongestraft te blieden. So est dat 't voors. Hoff. op alles rijpelijck geleth, ende geconsidereert hebbende tgeene men in desen behoorde te considereren, in den naeme ende van wegen d'heerlijckheit der Landtschappen van Frieslandt den voorn. gevangen gecondemneert heeft ende condemneert hem bij desen, omme bij den scherprechter op het schavot geleidet, metten swaerde geëxecuteert ende vant leeven ter doot gebracht te worden, gunnende 't lichaem den begraeffenisse. Aldus gedaen ende uytgesproken inder Cancellarie binnen Leeuwarden den 16den february 1633.

... *Lauswolt*

Lauswolt

ynlieding

Yn Beetstersweach wenne om 1640 hinne lekkenkeaper, letter ek doarpsrjochter, Jan Janssen d'jonge. Opmerklik is dat dêr yn dyselde snuorje noch in Jan Janssen libbe, kastlein, dy't him ek konsekwint d'jonge neamde. Wol sa maklik foar it ûnderskie dus, de lêste gong lykwols syn lêste jierren as Madhuisen troch it libben.



kastlein



en lekkenkeaper

Us lekkenkeaper wurdt koart foar syn dea ien kear mei de skaainamme Lauswolt oantroffen, deselde namme waard jiers dêrop op syn sark útbeitele. Goede fraach is fansels oft der op 'e Sweach no ek op syn minst ien Jan Janssen d'olde west hat.

Oer de famylje Lauswolt is earder – yn 1930 – publisearre troch M.R. Greidanus nei oanlieding fan in fraach fan it jier dêrfoar.¹ Yn oparbeidzjen mei Michiel Bijker is it no kaam ta in oersjoch fan de âldste generaasjes. Dy gearwurking bestie dêrút dat Bijker alderhande mooglike en ûnmooglike nammegenooten Lauswolt oandroech dy't ûnderskreaune dan ûnderbringe mocht yn harren famyljeferbân. Sûnder syn oantrunen wie oars de lêste paragraaf fan dit artikel der ek net kaam.

Om de nedige struktuer yn de famylje te krijen leit it foar de hân om alderearst de Lauswoltpleats fan De Sweach ris neier te besjen. Dy pleats hat twa stimmen, 26 en 27, mar foarmet yn de floreenadministraasje ien gehiel. Eigeners fan stim 26 binne yn 1640 *Jan en Pyter Jansen* (mei as brûker Johannes Gaukes) en fan stim 27 *Frouw Bouwe Jans widdo* (brûker Thijs Bouwes). Greidanus hold it derop dat Jan en Pyter Jansen bruorren wiene en liet Bouwe Jans bûten beskôging. Dat earste wie net trochtocht, it twadde wie ferstannich.

Eigeners fan it Lauswoltgehiel binne yn 1695:²
de erven fan Freerck en Jan Jacobs 1/4,
Baarte Meynes 1/4 minus 1/48,
Fopkjen en Martijntje Lauswolt tegearre 1/6,
de widdo fan Ate Pyters Brantsma 1/6 plus 1/48.

De eigeners yn 1698:

Tiepk Jans, frou fan Andries Fransen 1/16,
diakonij fan Jistrum 1/32,
Jan Gosses 1/32,
Claes Jochums Idzerda fanwege syn frou 1/48,
Martinus Ferff fanwege syn frou 1/48,
Jannes Lauswolt 1/24,
Fopkjen Lauswolt 1/4 plus 1/24,
Baarte Meynes Nijholt 1/4.

It floreenkohier fan 1708 hâldt it op *Baarte Meynes c.s. eigeners fan 2 sathen, Laueswolt neamd*. Foar wat de lettere jierren oanbelanget kin hjir folstien wurde mei de fêststelling dat it dyselde Baarte Nijholt is, Stellingwerwer fan orizjine, dy't de pleats úteinlik sawat folslein yn besit krijt.

De opjeften fan 1695 en 1698 rinne frij wat útinoar. Men soe hast tinke dat it twa ferskillende objekten oanbelanget, mar it is wol deselde pleats. De erven fan Freerck en Jan Jacobs mei harren fjirde oandiel wurde yn de earste trije rigels fan 1698 neier omskreaun (al is dat dan mei in achtste part). Martijntje Lauswolt, dy't wy hast wol sjen meie as *mater familias*, wie yn 1693 stoarn en har oandiel fererfd op har neiste sibben. En de Brantsma's wiene yn 1692 útkocht troch Baarte Meynes. It kohier fan '1695' liket dus de ferhâldings fan wat earder tiid wer te jaan.

Minder is dat beide opjeften net akkuraat binne. De optellings doge net: yn 1695 ûntbrekt 1/6 part en yn 1698 in fjirde. Ek op ûnderdielen binne flaters makke. As yllustraasje mei hjir Jannes Lauswolt mei syn 24ste part tsjinje. Dy Jannes hie 1/24 fan syn âlden erfde en 1/48 fan Martijntje-muoi en syn oandiel wie dus 1/16, net mear en net minder. Mar de eigeners wisten it sels ek net mear sa krekt. Wannear't Jannes yn 1701 syn diel oan Fopkjen Lauswolt ferkeapet giet it om 1/12 of justjes mear. Nei behanneling fan de earste famylje wurdt jitris neier yngien op beide registers.

As lêste falt dan út beide opjeften noch wol goed ôf te lêzen dat der sawol in ferdieling yn fjirde parten as ien yn tredde parten west hat. En dêr binne wy goed mei holpen. Wannear't wy as folgjende stap alle 17de-iuwske keapakten fan oanparten Lauswolt op in rychje sette, dan falt dêrmei de ferdieling yn 1698 fan stim 26 kreas op syn plak. De tredde parten binne ûntstien trochdat Jan Jansen eigener wie fan 2/3 fan dy

stim en Pyter Jansen fan 1/3. Sa op it earste each sil dus stim 27 yn fjirde parten opdield wêze. De fraach oft wy it oarspronklike Lauswolt as ien pleats sjen moatte of as twa is dêrmei noch net beäntwurde, mar de struktuer fan de oanbelangjende famyljes wurdt oer de 17de iuw wol helder.

Underwilens binne dan ek alle nammedragers Lauswolt yn kaart brocht en docht bliken dat dy – rûchwei – werom te bringen binne op trije lekkenkeapers te Beetstersweach: Jan Jansen, Pyter Jansen en ek in Jelle Jansen. Dêrnjonken kamen wy al yn de kunde mei Bouwe Jans mar dy wie boer en net mear as fjouwer fan dy syn neikommelingen binne oantroffen mei dy skaainamme. Wat no folget binne parenteelkes fan Jan en Pyter Jansen, Bouwe Jans en Jelle Jansen. En wy sette útein mei Jan Janssen d'olde, want dy hat der ek west.

it folk fan 26

Ia. Jan Janssen d'olde, lekkenkeaper te Beetstersweach, stoarn 1626, tr. om 1585/90 hinne Fopck Jansdr, stoarn nei 1646.

Yn 1599³ jonge Jan Wiltsing kontra Jan Jansen om keap fan lekken.

Yn 1600⁴ sil Tamme Piers binnen fjirtjin dagen 11 philippusgûne (fan 25 stoeren, tenei phg.) betelje oan Jan Jansen fan lekken.

Yn 1600⁵ sil Uble Eedes 11 karolusgûne (fan 20 stoeren, tenei karg.) betelje oan Jan Jansen fan lekken.

Yn 1601⁶ Anne Foeckes kontra Jan Jansen om 19 karg. fan trije jier rinte fan betelling fan lekken.

Yn 1602⁷ lient Wyte Wigles 50 karg. fan Jan Jansen laekencooper.

Yn 1604⁸ hat Jan Jansen laeckencooper in foardering fan 3 karg. op (de boedel fan) Arent Jansen smit.

Yn 1604⁹ sil Eyse Piters oan Yan lakencoper 6 karg. betelje fan lekken.

Yn 1607¹⁰ sil Yan Wybis oan Yan Yans alias lakencoper op De Sweach 15 keizersgûne (is karg.) betelje.

Yn 1609¹¹ betelle de fâd fan Claes Jouckes wezen 9 phg. oan Jan Jansz fan lekken.

Yn 1610¹² sil Feyttie Retties oan Jan Janssen 40 karg. betelje fan lekken, Syger Bottes lyksa 12 karg. en Lolcke Tiarts 58 stoeren.

Yn 1610¹³ hat Jan laekencoper in kwestje mei Brine (lêš Binne?) Sierts.

Yn 1610¹⁴ sil Jan Janssen oan Peter Jans 86 phg. betelje fan in oanpart lân dat hy fan Peter kocht hie.

Yn 1617¹⁵ hat Jan Janssen lekkenkeaper de olle oan Engbert Jans de hier opsein en easket hy betelling fan 100 daalders.

Sjoen de oantsjutting 'de olle' sil der om 1617 hinne ek in 'd'jonge' op it toaniel ferskynd wêze.

Yn 1618¹⁶ sil Jan Claessen 45 karg. betelje oan Jan Jansz d'olde fan lekken.

Yn 1618¹⁷ sil Anne Siurts oan Jan Janssen, lekkenkeaper, 9 karg. betelje fan lekken.

Yn 1621¹⁸ easket Jan Jansen lekkenkeaper d'olde dat Siert Douwes neat oan Marten Allerts betelje sil ear't syn foardering foldien is.

Yn 1621¹⁹ sil Jan Wilckis oan Jan Jansen lekkenkeaper de olde 20 karg. betelje fan helle lekken.

Yn 1621²⁰ sil Boelle Roeleffs oan Jan Jansens de olde 21 karg. betelje fan lekken, yn 1622 20 karg.

Yn 1622²¹ is Jan Janssen d'olde, laeckencooper, westlike neistlizzer fan in hûs oan de súdkant fan de Heerewech, yn 1627 dy syn widdo en erven.

Yn 1622²² is Albert Jans Munster 32 karg. skuldich oan Jan Janssen d'olde lekkenkeaper fan levere lekken.

Yn 1622²³ is Wytie Bruins 12 karg. skuldich oan Jan Janssen d'olde lekkenkeaper fan lekken.

Yn 1622²⁴ Wytie Bruinsz kontra Jan Janssen d'olde, lekkenkeaper op De Sweach.

Yn 1623²⁵ sil Meyne Jans te Langsweagen lekkenkeaper Jan Janssen d'olde 25 karg. betelje.

Yn 1624²⁶ sil Feytie Reyties 10 karg. betelje oan Jan Janssen d'olde lekkenkeaper.

Yn 1624²⁷ sil Gieltt Gielts oan lekkenkeaper Jan Janssen d'olde 30 karg. betelje.

Yn maart 1626²⁸ krijt Jan Janssen 15 karg. 4 st. útkeard foar syn 'vacatiën ende expensen', dêr't by notearre wurdt dat it syn erven oangiet. De akte is mei ûnderskreaun troch Jan Janssen d'jonge dorprechter t' Bexstersuaech.

Yn 1626²⁹ easket Jan Janssen d'olde, lekkenkeaper, dat Siurdt Alles neat betelje sil oan Fedde Jaspers foar't dy syn skuld foldien hat.

Yn 1626³⁰ seit lekkenkeaper Jan Janssen d'olde Roeloff en Albertt Eysse de hier op fan de 12 mêd mieden dy't sy brûke.

Yn 1627³¹ wurdt it hûs oan de súdkant fan de Heerstrate njonken dat fan de erven fan Jan Jansen de olde ferkocht.

Yn 1627³² sil Hendryck Dyrckx oan Fopck, widdo fan lekkenkeaper Jan Janssen, 8 karg. betelje.

Yn 1629³³ keapet Fopck Jansdr, widdo fan 'olde Jan laeckencooper', 2 deimêd healân yn de Noordergeeren oan de Leppedyk fan Auckien Feyckens foar 344 karg.

Yn 1629³⁴ easket Oeds Hendrick betelling troch Fopck Jans widdo fan 27 phg.

Yn 1646³⁵ lit Pieter Jans fanwege syn mem Fopck Jans in foardering registrearje (ôfbetelle yn 1663): yn 1627 lient Michiell Jurgens op De Sweach 100 phg. fan Fopck Jansdr, widdo fan Jan Jans d'olde dêr. Deselde deis registraasje troch Fopck Jansdr, widdo fan Jan Janssen lekkenkeaper, fan in foardering: yn 1626 liene Jelcke Gauckis en Foek Hidsertsdr te Terwispe 50 goudgûne (fan 28 stoeren, tenei goudg.) fan Fopck Jansdr, widdo fan Jan Janssen, lekkenkeaper op De Sweach. Yn 1645 tekenet Pieter Jansen foar ûntfangst fan de rinte dêrfan.

Dêrmei binne Jan Janssen d'olde mei soan Pytter Jans, beide lekkenkeaper, te plak. Dy Pytter Jans wie yn 1640 tegearre mei Jan Jansen (d'jonge) eigener fan stim 26 en dat makket dúdlik dat dy Jan tichteby besibbe is mar net op hokker wize krekt. D'jonge kin soan west hawwe fan d'olde mar ek syn jongere broer. Der is in sterke oanwizing dat hy soan wie: lykas Pytter krige

hy in dochter Fopck. En der is in sterke oanwizing dat hy broer wie: Pytter liket omtrint ien generaasje jonger te wêzen as Jan d'jonge. Pytters âldste dochter is berne yn 1647 en doe wie de âldste dochter fan Jan junior al in jier as tsien troude.

It lytse hoekje lân yn de Noordergeeren dat widdo Fopck kocht helpt ús út de brân. Dat wurdt ek oantroffen yn de neilittenskip fan Pytter Jans en wol ien tredde dêrfan, wylst it dan mienskiplik besit is mei de doarpsrjochter Jan Jansen. Hjir liket mar ien konklúzje mooglik: Pytter hie syn tredde part fan syn mem erfd en ek ek Jan junior wie erfgenamt en dus soan fan Fopck. Blykber hat sy trije bern neilitten, fan dat tredde bern ûntbrekt ús elts spoar.

Njonken it neamde hoekje healân hawwe Jan en Fopck harren part, nammentlik stim 26, fan de Lauswoltpleats neilitten.

Ut dit houlik:

1. Jan Janssen d'jonge, folget IIa.
2. Pytter Jans, folget IIb.
3. ridlik wis noch in bern.

IIa. Jan Janssen d'jonge (Lauswolt), lekkenkeaper, doarpsrjochter 1626 te Beetstersweach, dêr stoarn 2 july 1655, tr. foar 1617 Hantie Hendricxdr, stoarn De Sweach 2 juny 1655, dochter fan Hendrick Juryens en Auck.

Jan trout in goudfiskje út de Stellingwerven en dêrmei wurdt de basis lein fan it grutgrûnbesit fan harren tûke fan de famylje. Hantie – op 'e Sweach wurdt dat al gau Ancke – bringt in pleats yn it noardwesten fan Nijeholtpea, de Lycklamakrite, yn en de stimmen 7 fan Nijetrine en 2 fan Nijekerkeap. Om 1600 hinne wurde har âlden oantroffen as neistlizzers op dy earste twa lokaasjes;³⁶ de lêste twa steane yn 1640 noch op namme fan (doarpsrjochter) Jan Jansen. Sy, Hantie, wie besibbe oan Jannes Jan Karsten en Wemme Elle Fockes fan Nijeholtpea en dêrom sil har mem Auck hast wol in suster west hawwe fan Wemmes mem Janthien Lyckeledr. Sjoch ek ûnder dochter Fopck (IIIc).

Yn 1611³⁷ keapje (dizze?) Jan Janssen en Antke (akte net ôfmakke).

Yn 1617³⁸ keapje Lubbert Piers en Ancke Jan (lês Jenne) Buwesdr in pleats fan 16 roeden yn Nijeholtpea mei Coop Berens ten easten en keapers c.s. bewesten fan Jan Jans en Hantie Henderickxdr foar 1390 phg.


Yn 1617³⁹ keapje Jan Janssen de jonge en Hantk in folsleine pleats op De Sweach fan Ricxs en Barbar Bruinsdrs mei harren mannen foar 2500 phg. en 4 ellen lekken. Sibbe Michiel Tierts fersiket it near.

Yn 1617⁴⁰ akkoartsje jonge Jan Jansen, lekkenkeaper, en Ancke Hendricks mei Michiel Tiaerds, sekretaris fan Skoatterlân, oer dy syn nearfersyk fan in pleats, op betingst dat hy harren op nijjiersdei de 600 phg. oerdraacht dy't sy as earste termyn oan Siuerdt Siuerds en Engbert Jannes betelle hiene mei de 100 phg. dy't sy oan Tiaerdt Bruins betellen. Mei krêftige hântekening fan Jan Janssen d'Jonge laeckencop t' Bextersuaech en dy syn kwitânsje foar ûntfangst fan 700 phg. plus ûnkosten.

Yn 1619⁴¹ seit Jan Janssen die jonge leekencoper Idts Remerts de hier op fan lannen en huzing dy't hy fan him hiert.

Yn 1618⁴² keapje Jan Janssen, lekkenkeaper, en Anke Hendricxdr de westerske saete op De Sweach, sa as neilitten troch Wyttie Bruyns, mei de helte fan de huzing fan Auck Bruynsdr, widdo fan Andries Wlckes.

Yn 1619⁴³ keapje Rolef Hendricks, keapman, en frou in fjirde fan Wytie Bruins saete op De Sweach mei ¼ fan omtrint 35 mêd healân, brûkt troch en ûnferdiel mei Jan Jansen de jonge, fan Sytie Bruins yn kwaliteit foar 900 phg. Jan Jansen fersiket it near, dat him gund wurdt.



Handwritten signature: Jan Jansen d'Jonge laeckencop t' Beestersuaech

Yn 1625⁴⁴ ferklearret Jan Janssen d'jonge, lekkenferkeaper op De Sweach, mei fanwege syn frou Ancke Hendricxdr dat hy it near lein hie op de keap troch keapman Roeloff Hendricx fan de saete lannen dy't hy no brûkt fan Haye Wyties as fâd oer de bern fan Sytie Bruins en Auck Bruyndr, widdo fan Andries Wlckes, en dat hy de keapsom folslein foldien hat. Hy frijwarret de keapman Roeloff fan alle oanspraken fan de ferkeapers hoewol't de reversalen kwytrekke binne.

Yn 1622⁴⁵ wurdt der fan ferskillende kanten op oanstien dat Jan Janssen d'jonge, lekkenkeaper op De Sweach, dy't de belangen behertiget fan de krediteuren fan Jacob Martens, gjin jild takomme lit oan dy syn erven. Sa ek troch Bouwe Jans fanwege 51 karg, mei ôftrek fan in Jacobusstik en in rijder.


Yn 1621⁴⁶ Auck Bruinsdr, Andries Uilckes widdo, fanwege Jan Janssen d'jonge, lekkenkeaper op De Sweach, kontra Banier Janssen smidt. Banier mei tenei gjin gebrûk mear meitsje fan de leane.

Yn 1623⁴⁷ in kwestje fan Jan Janssen lekkenkeaper d'jonge en Gaeytts, widdo fan Ids Riemers, oer hieropsizzing fan lannen dy't sy fan him hiert.

Yn 1624⁴⁸ tekenet folmacht Jan Janssen d' Jong laeckencop t' Beestersuaech de gritenijrekken en in tastimming ta ferkeap.

Yn 1624⁴⁹ keapje Jan Janssen d'jonge, lekkenkeaper op Beetstersweach, en Ancke Hendricx it hûs njonken har hûs oan de súdkant fan de Heerewech fan Foecke Sydtts en Auck Alledr foar 1300 karg.

Yn 1626⁵⁰ sille Albert Alberts en Lourens Heynties Jan Janssen die jonge betelje.



Handwritten signature: Jan Janssen d'Jonge dorprichter tot Beestersuaech

Yn 1628⁵¹ is doarpsrjochter Jan Janssen ree om Pieter Allerts, dy't de hier fan lannen en huzing opsein hat, syn foarskot te restituearjen.

Yn 1628⁵² tekenet doarpsfolmacht Jan Janssen d' jong dorprichter t' Bexstersuach in tastimming ta it graven fan in petgat.

Yn 1628⁵³ keapje Jan Janssen d'jonge, doarpsrjochter fan De Sweach, en Ancke Hendricxdr 8½ roede fean yn Spangyebirt fan Saecke Teyens en Ancke Andringha foar 95 phg.

Yn 1630⁵⁴ keapje doarpsrjochter Jan Janssen en Anke Hendricxdr 2 mêd mieden yn Bexterwarren fan Lutgert Jansdr, widdo fan Jan Engelis, foar 215 goudg.

Yn 1633⁵⁵ keapje Jan Jansen, doarpsrjochter op 'e Sweach, en Ancke Hendricxdr in pleats yn Koartswwegen fan Anne Eysses en Auck Folckertsdr foar 1956 phg.

Yn 1634⁵⁶ liene Meyne Jans te Langswwegen en Epck Reytsedr 50 goudg. fan Jan Jansen de jonge, lekkenkeaper en doarpsrjochter te Beetstersweach, en Anck.

Yn 1636⁵⁷ easket doarpsrjochter Jan Jansen d'jonge by in ferkeap fan mieden bewesten Beets swettend oan synt dat dêr 'een bequame bregge ofte barten' ûnderhouden wurde sil.

Yn 1640 binne Jan en Pyter Jansen eigeners fan stim 26 fan Beetstersweach (Lauswolt). Dat jier is Jan Jansen eigener fan stim 14 dêr, útsein fan 1/8 fan Banier Jans widdo en erven (1698 Fopckjen Lauswolt 1/2, Martinus Ferff fanwege syn frou 1/4 en Jannes Lauswolt 1/4), fan stim 12 (1698 de notaris Martinus Ferff fanwege syn frou 1/2 en kûper Joannes Lauswolt 1/2), fan stim 13 (1698 Baerte Meynes fanwege syn bern 1/4, deselde Baerte sels en foar syn bern 1/4, Claes Jochums Idzerda fanwege syn frou 1/4, Saecke Teyes fanwege syn frou 1/4), fan stim 5 fan De Pein (1698 Johannes Lauswolt, Martinus Ferf fanwege syn frou, Sake Teyes fanwege syn frou, Fopkje Meints), fan hast de helte (en Goytjen en Eelcke Bennes fan goed de helte) fan stim 19 fan Koartswwegen, fan stim 7 fan Nijetrine en stim 2 fan Nijeberkeap (1698 beide Fopkje Lauswolt).

Yn 1650⁵⁸ tekenet Jan Jansen dorp: tot Bexstersuach as tsjûge in kwitansje.

Yn 1655⁵⁹ oerleit Jan Janssen, doarpsrjochter en lekkenkeaper op De Sweach, de ôfrekken fan syn fâdij oer de mearderjierrige Reynsch, Boele, Focke en Trijn, bern fan Jan Engberts. Tekene troch Jan Jansen dorprechter tot Bexstersuach.

Yn 1656⁶⁰ binne Jaen Claeses en Antie Bonnesdr te Koartswwegen 62 karg. skuldich oan dr. Henricus Lauswolt, advokaat foar it Hof fan Fryslân, en syn broer en susters as erfgenamten fan Jan Jansen en Antie Hendricxdr, lekkenkeapers op De Sweach.

Yn 1656⁶¹ keapje de bern en erven fan Jan Jansen Lauswolt, doarpsrjochter fan De Sweach, en Antie Hendrixdr 5 mêd mieden Bexterwarren, mienskiplik mei keapers, mei noch 8 mêd, hokker 13 mêd de keapers en de erven fan Bouwe Jans op Lauswolt as neistlizzers beâsten hawwe, fan Anne Lycklesz en syn bern as erfgenamten fan Lam Foppedr, de 5 mêd foar 295 goudg.

Ut dit houlik:

1. Auck Jans, folget IIIa.
2. Henricus Lauswolt, folget IIIb.
3. Martijntie Lauswolt, lidmate 1677, stoarn De Sweach 15 maaie 1693.
Yn 1658⁶² liene Hendrick Gielts en Sibbel Boockedr te Oerterp 50 karg. fan Martijntie Lauswolt op 'e Sweach.

Yn 1678⁶³ makket Martijntie Lauswolt op De Sweach har testamint. Sy legatearret oan har broers bern Antie en Jan Lauswolt $\frac{1}{4}$ pleats yn De Pein en in legaat giet nei har suster Fopck Lauswolt, no frou fan Meyne Baartes. Erfgenamten wurde suster Fopck foar $\frac{1}{3}$, de neamde twa bern fan har broer foar $\frac{1}{3}$ en de bern fan har ferstoarne suster Auck Jans Lauswolt ntl. Steven Jans, Sytske Jans, frou fan Aalle Jannes, te Drachten en Swaentje Jans, frou fan Claes Jochems Idzarda, te Beetstersweach foar $\frac{1}{3}$. Foar de earmen fan De Sweach is der in legaat fan 13 mêd mieden bûten Beets dy't nea ferkocht wurde meie.

Yn 1687⁶⁴ keapet Martijntie Lauswolt de helte fan 10 mêd mieden bûten Beets yn Bexterwarren, mienskiplik mei Egbert Roels, fan Harmen Lubberts foar 32 goudg. it mêd.

4. Fopck Lauswolt, folget IIIc.
5. Jan Jansen Lauswolt, lekkenkeaper, doarpsrjochter fan Beetstersweach, stoarn tusken 31 july en 19 nov. 1666, tr. Siouckien Jelledr.

Yn 1659⁶⁵ liene Hincke Harmens en Rints Hendricxdr yn Oerterp 200 phg. fan Jan Jansen Lauswolt, doarpsrjochter op De Sweach.

Yn 1663⁶⁶ keapje Martijntie Jans Lauswolt foar $\frac{1}{2}$ en Jan Jansen en Siouckien Jelledr foar $\frac{1}{2}$ fennen te Beets fan de erven fan Sybe Sierts foar 1015 goudg.; fuort dêrop keapet Jan Jansen Lauswolt, doarpsrjochter fan De Sweach, 6 en 10 mêd merschen te Beets mei Jan en Willem Jelles bewesten fan dyselde erven foar 2314 goudg.

Yn 1664⁶⁷ keapje dr. Henricus Lauswolt, advokaat, en Auck Jansdr, widdo fan Jan Stevens, grûnpachten fan 1 goudg. en 1 phg. fan it troch Jan Jansen en Siouck Jelledr bewenne hûs op De Sweach fan Saep Walledr, widdo fan Jan Berents, foar 53 goudg.

Yn 1666⁶⁸ liene Focke Wilts en Griet Sweytzedr te Sigerswâld 250 karg. fan Jan Jansen Lauswoldt, âld-dorpsrjochter op De Sweach.

Jan wurdt yn 1666 fâd oer it bern fan Fock Jansdr (IIIa.1); yn 1668 oerleit widdo Siouck in rekken fan dy fâdij.

Gjin neiteam.

IIIa. Auck Jans, stoarn foar 1678, tr. foar 1638 Jan Stevens, stoarn Beets 1653/54, soan fan Steeven Wties en Foeck Gieltsdr.

Om it mannichte neiteam fan dit stel te gerieven folgje hjir earst inkelde fynplakken fan de skoanfamylje.

Yn 1543⁶⁹ Utzie Syeurts te Beets.

Yn 1578 is Wtbye Sywrtdsz goed foar in oanslach fan 3 karg. yn de personele ymposysje, Alle Wtbye foar 1 karg. en Wytte Lyueez te Burgum foar 7 st.

Wytte hie twa soannen, Alle en Steven.

Op 12 sept. 1584⁷⁰ wurdt Wytte Liuee(s) oansteld as fâd oer it bern fan Aele Vtteez

silger by Wytzs Sybedr en op syn fersyk oerlizze de oare erven fan Vttze Sywertsz de rekken fan dy syn fâdij as pake oer it bern.

Yn 1602⁷¹ easket Syurd Alles te Beets ôfrekken troch syn fâden Steven Wtses te Beets en de widdo fan Wytse Lyuwes te Burgum fan harren administraasje sûnt 12 sept. 1584. Ek de fierdere erven fan Wtse Syuerds wurde dage.

Yn 1614⁷² keapet Stoeven Wties mei syn bern lannen yn Wytie Stoevens sate te Beets fan Arent Rompckes en Lisbett c.s. foar 888 goudg.

Yn 1620⁷³ protest fan Steuen Wityes fanwege hieropsizzing fan lân en huzing troch syn soan Witye Steuens dy't ferklearret dat hy de lannen ûntromje wol mits syn kosten fergoede wurde.

Yn 1621⁷⁴ hat Steuen Wtses te Beets skeel mei skoansoan Lambert Cornelis oer de ferdieling fan de neilittenskip fan syn frou Foeck Gieltsdr mei de oare trije bern.

Yn 1626⁷⁵ Lambert Cornelis Schultingh fanwege syn frou Sytske Steuensdr en mei rjocht troch skieding fan de oare erven fan Steuen Wties en Foeck Gieltsdr kontra Ael Kempedr te Garyp, widdo fan Oeds Oedses, en har bern oer in foardering út 1623 fan 400 goudg.

Steuen en Foeck lieten fjouwer bern nei, Sytske, Wttie, Jan en Giolt Stevens, fan wa't de lêste nei Suwâld ta troude.

Yn 1623⁷⁶ keapje Wttie Steuens en Sioertke Broersdr te Beets 2 mêd mieden foar 134 phg., yn 1626⁷⁷ in pleats te Beets fan Siurd Alles en Taetts Ipedr foar 3000 phg.

Yn 1649⁷⁸ keapje Take Feytses en Syuertke Aebledr te Beets in heale sate 'de Burgh' dêr't Trijn Girbe Mintses widdo de oare helte fan takomt en sa't ferkeaper fan syn âlden erfd hie fan Wtse Stevens voor 3440 goudg. Jan Steuens te Beets en Lambert Cornelis Schultinck, man fan Sytske Steuensdr, mei fanwege Gielt Steuens, as folle broers en suster fan ferkeaper, fersykje it near.

Yn 1650⁷⁹ Jan Steuens te Beets en Lambert Cornelis Schultinck te Aldeboarn fanwege syn frou Sytske Steuens en foar harren broer Gielt Steuens te Suwâld kontra Take Feytses en Syuertke Aebledr te Beets. Sy krije it near tawiisd fan de heale pleats fan Wtse Steuens.

It betrefst stim 28 fan Beets, yn 1640 besit fan 'Wetie' Stevens en Trijn Girbes, elts de helte, wylst it part fan Wtse yn 1698 taheart oan mr. Meynte Jeyps, Gialt Tjercx en Joannes Schulting, elts foar in seisde part, Gialt is dan brûker.

Jan en Giolt Stevens binne yn 1640 eigeners fan stim 21, brûkt troch Jan Stevens. Eigeners binne yn 1698 brûker Jan Tjercx foar 3/8, dyselde Jan sels en fanwege syn frou foar 3/8, Taetske Tietes, frou fan Alle Claesen, foar 1/8 en Heercke Rinses as heit fan syn bern by Aeltie Tietes foar 1/8.

Taetske en Aeltie Tietes binne de dochters fan Tiete Giolts, Jan en Gialt Tjercx binne soannen fan Tierck Giolts, pakesizzers dus fan Giolt Stevens. Jan Tjercx hat yn 1698⁸⁰ it 3/8 oandiel yn stim 21 kocht fan Jan Stevens, pakesizzer fan Jan Stevens fan 1640. De lêsten komme wy aansens allegearre wer tsjin yn de neiteam fan Auck Jans.

Yn 1629⁸¹ lûkt mr. Fedde Sytties op De Sweach syn beskuldigings yn dat Jan Stewens te Beets skuld hawwe soe oan de dea fan syn tsjinstfaam, Feddes nicht. Oer de kwestje rint in saak foar it Hof.

Yn 1638⁸² keapje Jan Steuens en Aucke Jansdr te Beets hûs en hiem op De Sweach mei Pyeter Jans lekkenkeaper bewesten fan Pyeter Jans snijder en Aucke Keympedr foar 200 goudg. Yn 1649⁸³ ruilet Ennius Idema op De Sweach 5 mêd mieden yn Keympe Jelckes sate te Beets mei Jan Stevens en Auck Jansdr dêre tsjin harren hûs en hiem op De Sweach; Jan Stevens betellet der 365 karg. op ta.

Yn 1640 is Jan Stevens boer op stim 21 fan Beets en tegearre mei Giolt Stevens eigener, elts de helte.

Op 19 jann. 1654⁸⁴ keapje de bern fan de koartlyn ferstoarne Jan Stevens te Beets 7 mêd healân 'de Knolhorne' bûten Beets, 9 mêd mieden yn de Geeren dêr en ferkeapers oandiel yn de neilittenskip fan Fedde Harmens te Duerswâld, ntl. $\frac{1}{4}$ fan omtrint 15 mêd mieden te Terwispel, mienskiplik mei keaper en syn oare broer en suster, fan Uttie Stevens te Engerhoue yn Eastfryslân, mei fanwege syn bern by Syurditie Broersdr foar 2250 karg.

Ut dit houlik:

1. Foock Jans, fan Beets, tr. Langsweagen 10 des. 1656 Rennert Lieuwes, fan Langsweagen, soan fan Lieuwe Rinnerts en Antie Tietsedr. Beide binne stoarn Langsweagen 1666 oan de pest.

Op 12 juny 1666⁸⁵ wurde Douwe Lyckles fan heitekant en Jan Jansen fan memmekant oansteld as fâden oer de bern fan Rinnert Lieuws en Foock Jansdr.

Op 19 november dat jier wurdt de ferstoarne Jan Jansen ferfongen troch Steven Jans en op 17 juny 1667 ferfangt Tziaert Douwes syn ferstoarne heit Douwe Lyckles as fâd.

Op 31 july 1666⁸⁶ wurdt, om kwestjes foar te wêzen, in skieding regele tusken Jan Jansen en Douwe Lyckels as fâden oer it bern fan Rinnert Lieuws en Foock Jansdr te Langsweagen, stoarn 'aende bedroeffde pestilentielle sieckte', en beppe Antie Tietsedr, widdo fan Lieuwe Rinnerts.

Yn 1668⁸⁷ oerlizzes Siouck Jelledr, widdo fan lekkenkeaper Jan Jansen, en de erven fan Douwe Lyckles in rekken fan de fâdij oer Foockien, dochter fan Rinnert Lieuws en Foock Jans, mei ynstemming fan beppe Antie Thiedtses. Jan Jansen hie op 8 juny 1666 133 karg. ûntfongen fan de boedel yn presinsje fan de mem en fan Thiebbe Thiedtses, omke fan it bern. Fêstgoed: $\frac{1}{2}$ sate te Langsweagen dêr't Rinnert en frou stoarn wiene en dêr't de beppe de oare helte fan yn besit hie, in oandiel yn Thiebbe Thiedtses sate, 5 mêd yn Keimpe Jelles sate te Beets en in oandiel yn de sate te Beets dêr't Jan Stevens stoarn wie, erfd fan Uitze Jans, omke fan it bern. Yn 1681⁸⁸ oerleit Lyckle Cornelis in rekken fan syn fâdij oer it weesbern fan Rinnert Lieuws oan meifâd Steven Jans. Fâd Tierd Douwes wie earder al stoarn. Yn 1684 kwitearret Foockien Rinnerts, frou fan Baerte Meines, foar ûntfangst fan wat har takaam.

Yn 1698 is Baerte Meynts fanwege syn bern eigener fan de helte fan stim 22 fan Langsweagen, yn 1640 wiene Jan Jansen en Sytie Meints c.s. eigener.

Dopelingen te Langsweagen: Foock 16 sept. 1665, Antie en Lieuwe 3 juny 1666.

- Foockien Rinnerts, tr. 1684 har neef Baerte Meynes Nijholt, sjoch IIIc.1.
- 2. Uitze Jans, stoarn sûnder bern foar 1668.
- 3. Steven Jans, doarpsrjochter te Beets 1664,⁸⁹ tinklik kastlein (sjoch IIe), brouwer, stoarn De Sweach 19 maaie 1690, tr. om 1665 hinne Sjoukjen Jans van Loo, berne om 1632 hinne, dêr stoarn 1716, dochter fan Jan Abbes van Loo en Dubbelt Teyedr.⁹⁰
 Steven en Siouckjen binne lidmaten op De Sweach 1677.
 Yn 1671⁹¹ keapje Steven Jans en Siouckjen van Loo in 'blauw pandt huys met de roodpandecte huysinge' c.a. op De Sweach dêr't sy rjocht fan 20 jier – oant 1691 – hier fan hawwe en dat ferkeapers troch nearkeap krigen hiene fan Aate Pieters Brantsma, kocht fan Oene van Teyens, kaptein fan in kompanjy te foet, en Benedictus van Teyens, sekretaris fan Opsterlân, foar 1500 karg. Dat hiene sy earder keapje sild fan neamde Brantsma mar dan foar 700 goudg. en dat wurde doe troch de bruorren Van Teyens behindere. Sjoch ek ûnder IIb.
 Yn 1690⁹² keapje Baerte Meines Nieholt en Foockie Rinnerts op De Sweach 1/8 sate mei rjocht fan twa stimmen c.a., brûkt troch Sytse Lippis, fan Steven Jans dêr foar 810 karg. (stim 12 en 13 fan Beetstersweach).
 Yn 1695⁹³ keapet Popkjen Lauswolt, widdo fan Meyne Baertes Nijholt, it tredde part dat ferkeapers erfd hiene fan wat Martijntie Lauswolt kocht en erfd hie yn de sate Lauswolt op it east fan De Sweach, brûkt troch Uytse Wisses, mienskiplik besit mei keapster en mei Baerte Meynes c.s., en ek wat ferkeapers by akkoart fan 1694 tastien is troch Swaentje en Sytske Jans mei harren mannen, kocht fan Sjoukjen Jans van Loo, widdo fan Steven Jans, as mem fan Foockjen Stevens, omtrint mearderjirrich, en fan Jan Stevens foar 330 karg.
 Yn 1699⁹⁴ keapje Johannes Schultinck en Tymentie Spanga te Snits 1/3 fan 1/8 fan 7/8 fan in pleats yn Lippenhuzen fan Sjouckien van Loo, widdo fan Steven Jans, op De Sweach foar de helte en Jan en Foock Stevens elts foar in fjirde foar 261 karg.
 Op 11 febr. 1716 ûntfangt de diakonij fan De Sweach 11 st. fan de erven fan Sjoukjen van Loo fan hier fan it earmlekken.
 Twa bern:
 - Jan Stevens, gerner te Beetstersweach, dêr stoarn 11 febr. 1733, tr. 1691/92 Aeltie Harmens, tsjinstfaam fan dhr. Fockens 1691.
 Yn 1698⁹⁵ keapje Jan Tiercx en Foockien Stevens te Beets ¼ plus 1/8 fan de pleats dêr't sy buorkje, mienskiplik besit mei keapers en en mei de erven fan Tiete Giolts fan Jan Stevens op De Sweach foar 1215 goudg.
 Yn 1701⁹⁶ liene Jan Stevens en Aeltie Harmens op De Sweach 100 karg. fan Frouckien van Loo te Ljouwert.
 Jongedochter Aaltje Harmens kaam mei attestaasje per 22 nov. 1691 fan Ljouwert nei De Sweach, Jan Stevens docht dêr belidenis 28 febr. 1692. Hja hawwe inkelde jierren yn Kollum wenne en keare yn 1699 werom nei De

Sweach, dêr't Jan yn 1733 by it laden fan in wein fan dhr. Teyens samar delfallen is en 'als in een ogenblik gesondt en doodt geweest'.

Geeske, Dubbeltie en Fook Jans binne op kosten fan neef Rinnert Nieholt (IIIc.1) begroeven.

Bern: Gees 1692, Dubbeltie '94, Auckjen '97, Fockien 1702.

- Fook Stevens, berne om 1670 hinne, docht belidenis De Sweach 2 maaie 1697, stoarn nei 1720, tr. Jan Tjercks, docht belidenis Beets 14 maaie 1693, diaken 1696, boer op stim 21 fan Beets 1698, dêr stoarn 16 jann. 1705, widner fan Sjerckjen Tziedsgers, soan fan Tierck Gjalts en Renske Hedmans.

Stim 8 fan Suwâld is yn 1698 yn besit fan Tieble Aernts fanwege syn bern by Wytske Gielts en Steven Gielts, elts de helte.

Steven Gielts is koart dêrop stoarn en hy hat ferskate pleatsen neilitten, meast yn Tytsjerkerstadiel. Erfgenamten wurde de neikommelingen fan syn suster Wytske Gielts en fan syn bruorren Tiete en Tierck Gielts. Under harren Jan, Wytske en Gjalt Tiercks, elts foar 1/9.

Yn 1705⁹⁷ wurdt folle omke Hendrick Tziedsgers oansteld as fâd oer Tierck Jans, goed 13 jier, en folle omke Gielt Tiercx oer de bern fan Jan Tiercx by syn twadde frou Fookien Stevens.

Yn 1711⁹⁸ oerleit Gjalt Tjerks in rekken fan syn fâdij sûnt 1705 oer de bern fan Jan Tjerx by Fookjen Stevens en fan syn behear fan it guod fan Jans foarsoan Tjerk Jans yn presinsje fan Fookjen en fan Hendrik Tziedgers, doarpsrjochter te Beets, fâd fan Tjerk Jans. Jan Tjerx hie by syn libben foar sa'n 200 karg. oan lannen en oanpart huzing te Burgum ferkocht. Gjalt brûkte fan 1706-'10 de pleats te Beets dêr't de bern $\frac{3}{4}$ fan besieten en Heerke Rinses en Alle Clasen harren diel; Ebe Rintses wie brûker fan $\frac{1}{18}$ pleats te Burgum fan de bern en fierder wiene der hierynkomsten fan harren $\frac{1}{18}$ part fan in pleats te Suwâld. Gjalt hat de skuld fan 50 karg. by Sjoukjen Jans van Loo ôfbetelle en ek de liening út 1698 fan 200 karg. by Ebe Rinses en Wytske Tjerks. De bern wie in oanpart tafallen fan de neilittenskip fan Steven Gjalts.

Yn 1720⁹⁹ oerleit Hendrik Tjedsgers, doarpsrjochter fan Beets, de ôfreakken fan syn fâdij sûnt 1705 oer Tjerck Jans silger, soan fan Jan Tjercx by Sjerckjen Tzedsgers, húslju te Beets, yn presinsje fan Fookjen Stevens, widdo fan Jan Tjercx, fanwege har bern Rincke en Steven Jans, dy syn erfgenamten. In sulveren koker mei 'Regina Hendricx 1644' en 'Sjerckjen Tjedsgers 1678' wie ôfkomstich fan Tjercks mem.

Yn 1730¹⁰⁰ keapet de âld-grytman Augustianus Lycklama à Nijeholt $\frac{5}{2}$ mêd ûnder Beets fan Steven Jans, mr. timmerman op De Sweach, en Rinske Jans, widdo fan Tieerd Lippes, foar 520 karg.

Bern eks 1.: Tierck 1690; eks 2.: Steven '97, Rintske '99 en Wyts 1701.

4. Sytske Jans, stoarn De Sweach febr./april 1720, tr. 1. foar 1664 Aalle Jannes, stoarn Noarderdrachten 1678/81, soan út it earste houlik

fan Jannes Egberts, boer op Egbert Alles' pleats,¹⁰¹ stim 14 fan Noarderdrachten; tr. 2. foar 1688 Saecke Teyes.

Aalle en Sytske dogge belidenis De Pein 20 maart 1664; sy komt as widdo mei attestaasje per 10 aug. 1684 fan Drachten nei De Sweach. Har man Sako Teyens docht op 4 nov. 1688 te Beets belidenis.

Yn 1658¹⁰² wurdt omke Jannes Egberts te Noarderdrachten oansteld as fâd oer it bern fan Leffert Sydtses en Auck Wobbedr; yn 1668 oerlizze (soan) Alle Jannis en (skoansoan) Claes Jelckes in rekken.

*Twadde frou fan Jannes Egberts wie Bauck Sythiedr, suster fan Leffert Sydtses. By har hie hy in dochter Eebel Jannisdr dy't om 1665 hinne Claes Jelckes boaske. Eebel Jannisdr en Sixtus Lefferts Hemrica wiene de iennichste erven fan harren pake en beppe Sythtie Hoeckes en Auck Leffertsdr yn De Himrik.*¹⁰³

Yn 1678 wurdt Alle Joannis te Noarderdrachten oansteld as fâd oer Riempk, omtrint 12, dochter fan Minnert Lieuwes; yn 1681 oerleit syn widdo Sytske Jans de rekken fan syn fâdij.¹⁰⁴

Yn 1698¹⁰⁵ keapet grytman Aulus van Haersma 3/16 fan in pleats te Noarderdrachten, brûkt troch Ruyrd Tiaerts, fan Sytske Jans yn kwaliteit, Sjouckien Alles en Foocke Halbes foar 1620 karg. Dochter Aebeltie Alles hie har 16de part yn 1693 al ferkocht (en de soannen Egbert en Joannes fan Claes Jelckes harren parten yn 1694 en '96).¹⁰⁶

Yn 1725¹⁰⁷ keapet de meirjochter Baarte Meynis Nijeholt op De Sweach it oandiel fan ferkeapers yn feanen en fjilden op Spariebirdt, mienskiplik mei keaper en mei Johannis Lauswolt, fan Sjouckjen Alles, frou fan Giolt Tjerx, húsman te Beets, foar ¼, Giolt Tjerx as fâd oer de bern fan Harmen Jans en Auckjen Allis foar ¼, Alle Foockis Brouwer te Bandsterskâns foar 1/8, Halbe Foockis te Mildam foar 1/8 en Lutske en Alle Mollis elts foar 1/8 as erfgenamten fan harren mem en beppe Sytske Jans op De Sweach foar 50 karg.

Bern: Antje (tr. 1680 Fooke Halbes), Ybeltien (tr. Molle Wygers), Jan 1665, Sziouk '68, Jantien '72, Siouckie '75, Auck '78.

5. Swaentje Jans, stoarn om 1717 hinne, tr. Claes Jochems Idzarda, soan fan Jochum Claes, tsjerkfâd fan Sonnegea,¹⁰⁸ en Antjen Claesdr.

Claes en Swaentje binne lidmaten De Sweach 1677, 1707, sy testearje 18 april 1696.

Yn 1644¹⁰⁹ keapje Jochem Claes en Antjen Claesdr te Sonnegea 2 roeden yn Aldetrine fan Pieter Pietersz foar 100 karg.

Eigener fan stim 7 fan Sonnegea is yn 1640 Jochum Claes. Yn 1698 binne dat Lammiggien Jochums foar de helte, dyselde Lammiggien mei Claes Jochums 1/6, Nicolaes Kleyenburg 1/6, Antjen, Judick en Claes Idzerda 1/12 en Jochem, Anna, Helena en Gepke Olthusius 1/12.

Yn 1666¹¹⁰ wurdt mr. Mathijs Holhuysus te Oldemarkt fan memmekant oansteld as fâd oer it bern fan Baucke Roeloffs en wurdt ôfsprutsen dat Claes Jochems de fâdij nei twa jier oernimme sil. Yn 1679¹¹¹ ferfangt omke Claes

Jochems te Beetstersweach mr. Mathijs Holthuisius silger as fâd oer Roeloff, soan fan Baucke Roelefs en Claesjen Jochemsdr.

Yn 1671¹¹² giet Lammeghien Jochems, widdo fan Hendrick Spylcker, te Wolvegea, bystien troch har broer Claes Jochems, in skuld oan by Franckena's. Sa ek twa jier earder mar doe bystien troch sweager mr. Matthijs Holthusius.

Yn 1703¹¹³ wurdt de neilittenskip beskreaun fan Lammighien Jochems op fersyk fan har erven Claas Jochems te Beetstersweach, Sytse Brandenburgh te Wolvegea en Helena Holthuysius, frou fan Cornelis Jans, elts foar in tredde part. Der wiene nochal wat skulden mar ek in pleats te Wolvegea en 2/3 pleats te Sonnegea. Foar de erven bliuwt úteinlik noch wol 74 karg. oer.

Yn 1720¹¹⁴ Jan Stevens, gernier op De Sweach, mei foar syn suster Foeckjen Stevens, widdo fan Jan Tierks, as bruorrebern, en foar syn muoike Sytske Jans, frou fan Saecke Teyens, as neiste sibben fan Swaantje Jansen en sa foar de helte erfgenamten fan it goed dat Swaantje erfd hie fan har tante Martijntje Lauswoldt kontra Claes Jochums Idserda te Beetstersweach, erfgenamt fan syn frou Swaantje Jans. Claes en Swaantje hiene op 18 april 1696 testearre, suster fan Claes is Lamme Jochems te Wolvegea. In 1717 hiene Auck Alles, frou fan Harmen Jans, te Suwâld, Fook Stevens, widdo fan Jan Tierx, en Auckje Baartes, frou fan Livius Sinnema, te Beetstersweach de klean fan Swaantje ferdield. Gjin bern.

IIIb. Dr. Henricus Lauswolt, berne om 1617 hinne, advokaat foar it Hof fan Fryslân 1640, stoarn 12 july 1671, begr. Beetstersweach, tr. (attestaasje fan Ljouwert 22 febr. 1663) Elizabeth Ayckes.

Studint rjochten Frjentsjer 1633, Leiden 1639. Yn 1634 wurdt Henricus Lauswoltius ynskreaun yn it Ljouwerter studinteregister. Hy sil dêrmei de earste west hawwe dy't dy skaainamme brûkte.

Dr. Henricus Lauswold, berne te Beetstersweach, wurdt op 16 sept. 1641 boarger fan Ljouwert.

Yn 1658¹¹⁵ binne Sjordt Tydes en Aele Jeensdr 49 karg. skuldich oan dr. Henricus Lauswolt, advokaat foar it Hof, fan salariën.

Op 13 aug. 1669¹¹⁶ makket dr. Henricus Lauswolt, advokaat foar it Hof fan Fryslân, syn testamint. Erven wurde syn dochter Antie, soan Joannes en mooglike lettere bern. Yngefal't dy weireitsje dan mei neat fan de neilittenskip oan syn frou of dy har famylje komme. Nei syn dea wol hy graach dat sweager Meyne Baertis te Nijeholtpea, of oars susters soan Steven Jans te Beetstersweach, fâd wurdt oer de bern, dy fan harren mem ôfnimme sil en sels yn 'e kost nimme en dat soan Joannes 'een goedt handtwerck daer hij selfs sin toe mach hebben mach leeren'. Syn frou betrouwt hy de opfieding net ta, dy achtet hy dêrta net bekwaam.

Op 12 aug. 1671¹¹⁷ wurdt sweager Meyne Baartes te Nijeholtpea op fersyk fan de susters Auck en Martijntje Lauswolt en neef Steven Jans oansteld as fâd oer de trije weesbern fan dr. Henricus Lauswolt.

Yn 1671¹¹⁸ wurdt te Ljouwert de neilittenskip beskreaun fan dr. Henricus Lauswolt, advokaat foar it Hof fan Fryslân, op fersyk fan Meyne Baertes te Nijeholtpea as fâd oer de bern en op oanjefte fan Lysbet Ayckes.

Yn 1692¹¹⁹ keapet Martijntie Lauswolt 1/24 fan de sate Lauswolt op it east fan De Sweach mei byhearrende mieden, feanen en fjilden, dat ferkeapster erfd hie fan har heit dr. Henricus Lauswolt, fan Antie Lauswolt, frou fan Martinus Ferff, notaris te Snits, foar 150 karg. Fuortendaliks ferkeapet Antie ek twa huzen foar 400 karg. Baerte Meynes Nijholt leit dêrop it near.

Ut dit houlik:

1. Antie Lauswolt, doopt Ljouwert 13 nov. 1663, tr. om 1686 hinne Martinus Horatius Ferff, doopt Snits 13 nov. 1664, notaris dêr, rintmaster, belet Snits 4 nov. 1701, soan fan Horatius Ferff, notaris en lânmjitter, en Tyetske Knoop.¹²⁰

Yn 1699¹²¹ keapet Baarte Meynes Nijeholt ¼ sate op De Sweach, foarhinne brûkt troch Sytse Lippis en no troch keaper c.s. fan Antie Lauswold, frou fan Martinus Ferff, rintmaster en fiskaal fan Snits, foar 2200 karg. (stim 12 en 13).

Yn 1711¹²² keapet Baarte Meynes Nijeholt op De Sweach 4 mêd mieden yn in stik fan 16 mêd ûnder Beets, mienskiplik mei keaper c.s., mei Sytske Jans c.s. benoarden, fan Antie Lauswolt, widdo fan de rintmaster Martinus Ferff, te Snits foar 300 goudg.

Antie Lauswolt, widdo fan de rintmaster Martinus Ferff, te Snits 1714, Wolvegea 1715.¹²³

Op 5 april 1720 fersiket Antje Lauswolt te Wolvegea, widdo fan de rintmaster Ferf, om ûntslach út de âlderlike macht en wurdt omke Johannes Lauswoldt op De Sweach oansteld as fâd oer Horatius, in zijn 25ste, Johannes, 23ste, en Jacobus, 20ste, Ferf.

Yn 1721¹²⁴ wol Johannes Lauswolt as fâd oer Horatius, Johannes en Jacobus, de bern fan Martinus Ferff by widdo Antie Lauswolt, dy't foar 3/5 erfgenamten wiene fan harren heit, útkearing fan dy syn goed. De widdo ferklearret dat soks net goed mooglik is om't sy dat ferkocht en foar in part ferpanne hat. Dêrop folget in wol hiel sekuere ferantwurding troch de widdo fan alles wat mei harren besit en skulden te krijen hat.

Bern, doopt te Snits: Ydtie 21 aug. 1687, Hendricus 28 sept. 1688, Ydtie 27 aug. 1690, Ydtie 2 nov. 1692, Ydtie 25 febr. 1694, Horatius 11 sept. 1695, Johannes 4 aug. 1697, Jacobus 9 sept. 1699, Meinardus 27 maart 1701.

2. Joannes Lauswolt, doopt Ljouwert 17 febr. 1665, kûper te Beetstersweach, tr. (attestaasje fan Koartsweagen 11 febr. 1700) Bontje Sytses, dochter fan Sytse Gieles en Wypck Jeens.¹²⁵

Johannes Lauswold, mr. kûper, frijfeint, docht belidenis De Sweach 1 maart 1691, Bontje Sytses op 2 jann. 1704; tegearre lidmaten dêr 1707, sy as widdo noch 1752.

Yn 1701¹²⁶ keapet Fopckien Lauswolt 1/12 of justjes mear fan twa 'heerlijke sathen lands', Lauswolt, 1/12 fan 20 mêd yn Bexterwarren by Bouwe Reydt tusken dyk en Ald Djip, fan 20 mêd bewesten Bexterwarren tusken dyk en Leppedyk, in 'daghdilft' tusken Sparjebirt en De Himrik en skarren en fean yn De Himrik, mienskiplik mei keapster en har soan Baarte Meynis, fan Johannes Lauswolt, mr. kûper op De Sweach, foar 326 goudg.; Johannes ferkeapet fuortendaliks ek twa huzen dêr oan Claas Jochems Idsarda en Swaantie Jans foar 315 karg.

Yn 1711¹²⁷ liene Jannes Lauswolt, mr. kûper, en Bontie Sytses op De Sweach 300 karg. fan Hylcke Jans en Janke Saakes te Langsweagen.

Yn 1749 is Bontie Sytses, widdo fan Johannes Lauswolt op De Sweach match fan bestean, fjouwer persoanen boppe de tolve, oanslach 25 karg.

Dopelingen te Beetstersweach: Hendrik 1 des. 1700, Martijntje 26 febr. 1702, Antie 12 aug. 1703, Anke 9 jann. 1707, Sytse 29 maart 1709, Hinderkien 26 jann. 1712, Hendrik 2 des. 1716.

- Martijntje Johannes Lauswolt, tr. Langsweagen 9 maaie 1732 Mintse Jans.

Bern: Wypkjen 1733, Reiner '34, Wypkjen '35.

- Hendrik Johannes Lauswolt, tr. (ûndertrou Hylpen 6 maaie 1752) Janke Douwes; dopeling Bontie te Gaast 1753 en Bontjen te Hylpen 1755.

3. Aeyke, doopt Ljouwert 2 febr. 1666.

4. Elske, doopt Ljouwert 28 des. 1666, beide stoarn foar 1669.

5. Elske, doopt Ljouwert 17 maart 1671.

IIIc. Fopck Lauswolt, stoarn De Sweach 8 april 1704, tr. foar 1653 Meyne Baartes, boer op stim 2 fan Nijeholtpea, dêr stoarn 1681/88, soan fan Baarte Meynes en Luytien Lyckleedr.

Yn 1639¹²⁸ keapet de gemeente fan Nijeholtpea in heale pleats dêr (stim 2) fan Baarte Meynes en Luytien Lyckleedr foar 3225 phg. en 3 rosenobels mei it betingst dat Baarte dêr tsien jier wenje sil foar 16 phg. per jier; mocht der ôfslach fan lannen komme dan wurdt de hier fermindere nei it oardiel fan fjouwer doarpelingen.

Yn 1680¹²⁹ ferkeapje de tsjerkfâden fan Nijeholtpea by dekreet de pleats dêr't Meyne Bates en 'Fockjen' Lauswolt wenje dy't dêr in bod fan 2940 karg. op útbringe en dêrmei keapers wurde.

Yn 1653¹³⁰ keapje Meine Baertes en Fopcke Jansdr in hûs op Linden yn Nijetrine fan Cornelis Claessen en Geertien Jans foar 207 karg.

Yn 1666¹³¹ wolle Meine Barten en Foppjen Jans te Nijeholtpea 2/3 fan in pleats (stim 12) dêr keapje fan Baarte Peters foar 1175 karg. en twa hynders. It wurdt lykwols net mear as 1/3 want Hiltje Peters, widdo fan Jan Baertes, protestearret om't har lannen mei proklamearre wurde wylst sy dy net ferkeapet. Yn 1678 en '79 keapje hja de oare 2/3 parten fan dy pleats, û.o. fan de krediteuren fan Hille Jan Baerten.¹³²

Yn 1670¹³³ keapje de notarissen Sioert Brecker en Foppius Wigeri 1/60 fan in pleats te

Nijeholtpea fan Farduw Jans (lês Jannes), frou fan Sierp Geerts, dy't dat erfd hie fan har suster Jantien Jans foar 61 karg. Meyne Baerten fersiket it near út namme fan syn frou Fopjen Laeswoudt, sibbe fan ferkeapster.

It begjintsje fan harren oankeap fan stim 4. Mei gauwens keapje hja ek de fierdere parten fan de pleats fan Jan Jannes (dy't earder syn neven en nichten útkocht hie) en twa bruorren.

Yn 1670¹³⁴ keapje Meine Baerten en Foppjen Jansdr te Nijeholtpea in pleats dêre fan stelling Jan Jannes en fierder fan Jan Jannes Ellens foar 1/15 en 1/60 en fan Feye Jannes foar 1/60 foar 4400 karg. mei ien gouden en sân sulveren dukatons foar ferkeapers frou en bern.

Dy keap hie noch wat fuotten yn 'e ierde om't der op grûn fan it testamint fan beppe Jets Feyedr, mei dêryn in bepaling oer it ferervjen binnen har neiteam,¹³⁵ beswier komme koe. Ferkeapers mem Wemme Elles, widdo fan Jannes Jansen, stelt har boarch dat de keapers fan datoangeande gjin skea ûnderfine sille.¹³⁶ Fjouwer jier letter wie Meyne Baerten oan bar om him boarch te stellen foar in skuld fan Wemme.¹³⁷

Yn 1679¹³⁸ nimt Meyne as sibbe de keap oer fan 13 roede te Aldetrine (tinklik stim 36), ferkocht troch Aebel en Anne Sipckes te Eastersee foar 425 karg.

Yn de jierren 1688-'97 keapet Fopck (yn 1688 wenjend te Oldemarkt) as widdo stim 22 fan Nijeholtpea op fan de neikommelingen fan Wemme Elles, ntl. Feye Jannes te Harns, Jan Jannes Ellen te Aldlemmer en de bern fan stelling Jan Jannes te Nijeholtpea en dy fan Farduw Jannes by Seerp Geerts.¹³⁹

Meine Baertes en Fopkjen Jans Lauswold binne yn 1676 en '81 lidmaten te Aldeholtpea; sy komt as widdo mei atestaasje per 12 nov. 1693 nei De Sweach dêr't hja (sa te sjen oan it lidmateboek) it plak ynnaam fan har ferstoarne suster Martijntie.

Yn 1728 is de bysitter Baarte Meines eigener fan 1/2, Mark Wierda fanwege syn frou fan 1/4 en Femmigjen Jans fan 1/4 fan in ferskaat oan pleatsen sa as stimmen 2, 12 en 28 fan Nijeholtpea.

Ut dit houlik:

1. Baarte Meynes Nijholt, diaken 1695, 1702, âlderling 1709, bysitter 1718, stoarn (foar) 1741, tr. 1. Hanneke Jans; tr. 2. 1684 Foockje Rinnerts (syn nicht, IIIa.1), doopt Langsweagen 16 sept. 1665, stoarn De Sweach 27 maaie 1695, dochter fan Rennert Lieuwes en Foock Jans.

Baarte Meynes docht op 31 des. 1682 belidenis te Nijeholtpea; mei Hanneke Jans is hy dêr lidmaat yn 1683. Hy komt per 9 nov. 1684 as man fan Foockje Rinnerts mei atestaasje fan dêr nei De Sweach. Foockje docht dêr belidenis 8 febr. 1685. Yn 1690 wurdt kollekteard, mei troch Baarte Meines, om in tal Harnsers frij te keapjen út 'slavernije in Barbarije'.

Yn 1728 binne notaris Livius Sinnema fanwege syn frou en Rinnert Baartis Nijeholt eigener fan stim 22 fan Langsweagen.

Op 14 aug. 1741 wurde omke Adolff Cop, brouwer op De Sweach, en Hans Hansis, húsman te Koartsweagen, en op 21 maaie 1742 ek de skriuwer Broer Wygeri te Wollegea oansteld as fâden oer Rinnert, hast mearderjerrich, en Hiltie, bern fan notaris Livius Sinnema en Auckien Baartes Nijeholt om mei

Rinnert Baartes Nijeholt de neilittenskip fan bysitter Baarte Meynes, harren pake, te skieden. Jacobus Sinnema krige venia aetatis.

Baarte hat war dien om Lauswolt folslein yn besit te krijen en dat is him, sa't it liket, ek slagge. Fierhinne de measte transaksjes moat er ûnderhânsk regele hawwe mei syn sibben, want proklamaasjes binne dêrfan net te finen. Yn 1738 stiet 38/48 part op syn namme en tsien jier letter binne de erven fan syn soan Rinnert eigener fan de folsleine pleats.

Ut dit houlik:

- Auckien Baartes Nijeholt, doopt Beetstersweach 19 july 1691, tr. om 1717 hinne Livius Sinnema, doopt Beetstersweach 14 maaie 1693, notaris te Beetstersweach, stoarn 1 nov. 1738, 'nae dat langh met feel gesuckeld heef',¹⁴⁰ soan fan Jacobus Sinnema, notaris te Beetstersweach, en Hiltje Boelens.

Op 2 des. 1738 wurde Henricus Duyff, sekretaris fan Smellingerlân, en Rinnert Baartes Nijeholt oansteld as fâden oer Rinnert, op 10 maart 1738 20 jier, Jacobus, op 15 april 1738 18 jier, en Hiltie, op 9 jann. 1738 10 jier, bern fan notaris Livius Sinnema dy't op 31 okt. 1738 testamint makke.

Dopelingen op De Sweach: Rinnert, 13 maart 1718, Jacobus, 16 juny 1720, Meintie, 21 april 1731.

- Rinnert Baartes Nieholt, doopt Beetstersweach 17 febr. 1695, stoarn 1745/46.

Op 28 okt. 1745¹⁴¹ makket Rinnert Baartes Nieholt syn testamint. Erfgenamten wurde Rinnert, Jacobus en Hiltie, de bern fan notaris Livius Sinnema by syn suster Aukien Baartes Nieholt, mar it fêstgoed mei oant en mei de fjirde graad net ferkocht wurde. In fjouwertal administrateurs krijt de taak om de obligaasjes en it lizzend jild om te setten yn fêstgoed. Livius Suffridus en Lubbartus Lycklama à Nieholt, grytman en sekretaris fan Opsterlân, krije as legaat de hoarnlegers mei it stimrjocht fan alle pleatsen yn Opsterlân en Weststellingwerf. Der is 100 karg. foar de diakonij en foar Geeske, Dubbeltie en Fook, de bern fan Jan Stevens, elts 40 karg. 'tot hoedinge van de onkosten van haar uitvaart'. Under Rinnerts besit 15/16 parten fan Louswolt, mienskiplik mei it 1/16 fan de diakonij fan Jistrum.

Op 2 juny 1746 wurde op oanstean fan Rinnert, Jacobus en Hiltie Sinnema en neffens winsk fan Rinnert Baartes Nijeholt silger yn syn testamint fan 28 okt. 1745, kuratoaren oansteld oer syn neilittenskip.

Yn 1758 binne Jacobus Sinnema, Elias Wygeri fanwege syn frou (Hiltje Sinnema) en dyselde Elias mei Yppe Jans as fâden oer de bern fan Rinnert Sinnema eigener fan Lauswolt.

2. Luytjen Meynes, stoarn Nijeholtpea 29 sept. 1710, tr. Jan Hendriks, docht dêr belidenis 21 april 1689.

Op 14 okt. 1688 komt Luytjen Meynen mei atestaasje fan Oldemarkt nei Nijeholtpea. Dêr is hja mei har man Jan Hendriks lidmate 1692 en sy noch yn 1708, stoarn 1710.

Yn 1698 is Jan Hendricks eigener fan stim 18 fan Blesdike, yn 1728 Mark Wierda fanwege syn frou en Femmigjen Jans beide fan de helte.

Yn 1699¹⁴² keapje Jan Hendrickx en Hendrick Jans te Nijeholtpea in pleats te Nijelemmer fan Aeldert Hendrickx en frou foar 1414 phg. Eigeners fan stim 41 dêr binne yn 1728 Mark Wierda fanwege syn frou en Femmigjen Jans, beide foar ¼, en de erven fan Hendrik Jans foar ½.

Ut dit houlik:

- Annechie Jans Nieholt, tr. foar 1708 Mark Wierda, doopt Sint Nyk 26 okt. 1684, te Nijeholtpea, boer op stim 28 fan Wolvegea 1728, soan fan Hylcke Sytses Wierda, bysitter fan Doanjewerstal, en Wypkien van Terwischa.

Op 14 maart 1694 wurdt omke Goosen van Terwischa oansteld as fâd oer de bern fan de bysitter Hylcke Sytses Wierda en Wypkien van Terwischa.

Op 1 nov. 1727 komme Marcus Wierda en Annigje Niholt mei atestaasje fan Tsjerkgaast nei Wolvegea.

Annijen Jans, widdo fan Marck Wierda, is yn 1738 noch eigener fan 7/48 fan Lauswolt.

- Femmigjen Jans Nijholt, docht belidenis Nijeholtpea 3 des. 1706, lidmate 1708.

3. Femmeghien Meynes, doopt Nijeholtpea 3 sept. 1676.

Iib. Pytter Jans, lekkenkeaper te Beetstersweach 1637, stoarn 1648/49, tr. 1. foar 1632 Impck Marcxdr, grif dochter fan Merck Wybes en Tiedt Wybrantsdr te Aldeboarn; tr. 2. gerjocht Opsterlân 1 maart 1647 Eelck Fookedr, dan fan Oosterboorn, stoarn nei 1662, dochter fan Focke Annesz, doarpsrjochter te Aldwâld,¹⁴³ en Aeffke Jansdr; sy tr. 2. 1654 Aette Pytters Brantsma, tsjerkfâd 1666, '75,¹⁴⁴ stoarn Aldeboarn 1682. Aette tr. op 'e nij gerjocht Raarderhim 20 nov. 1667 Geertie Ages, widdo 1695.

Yn 1640 is Pyter Jans eigener fan ¼ fan stim 71 fan Aldeboarn, Focke Wybes fan ½ en mr. Backe fan ¼.

Focke Wybes hie syn helte oankocht en mr. Baucke Cornelis wie troude mei Anne Wybedr, suster fan Merck Wybes (bern fan Wybe Ysckes).¹⁴⁵ Willem Jelles (Iij), neef fan Pytter Jans, boaske justjes letter mei in dochter fan mr. Baucke. Yn Aldeboarn binne noch moai wat sarken fan dit folk te finen.

Yn 1632¹⁴⁶ keapje Pieter Jans en Impck Marcxdr in stikje hiem efter harren hûs op De Sweach fan de gemeente fan it doarp foar 50 karg.

Yn 1637¹⁴⁷ binne Wybe Tyerxz en Hantien Dirxdr te Koartsweagen 200 phg. skuldich oan Pieter Janssen, lekkenkeaper, en Impck Marqzdr op De Sweach fan liening en helle lekken en winkelwaar.

Yn 1617¹⁴⁸ keapje Focke Annesz en Aeffke Jansdr te Aldwâld in tredde van omtrint 3 pm bou op de Wijgeest fan Luyttien Siurdtz scroer en frou en yn 1619 jitrin in tredde fan

Jan Aerentsz en frou foar 42 resp. 46 goudg. Ek yn 1633 nochris in oankeap troch dit stel. Yn 1638¹⁴⁹ is Pyeter Jans lekkenkeaper neistlizzer op De Sweach.

Yn 1646¹⁵⁰ lient Foocke Hidsarts yn Terwispe 200 goudg. fan lekkenkeaper Pieter Jans en Eelckjen Foockedr op 'e Sweach. De akte wurdt yn 1653 troch Eelckien Foockes oanbean foar registraasje, tegearre mei in trijetal foarderings út 1649 fan har as widdo.

Yn 1654¹⁵¹ wurdt te Beetstersweach de neilittenskip beskreaun fan Pytter Jans, lekkenkeaper, op fersyk fan Jan Jansen Lauswolt, doarpsrjochter, en Focke Annes te Aldwâld as fâden oer Imck, 7, en Fopck, 6, by widdo Eelck Foockedr, dy't op 'e nij trouid is mei Aette Pytters te Aldeboarn. Fêstgoed: hûs en skuorre op De Sweach, 1/6 sate Lauswolt, brûkt troch Jacob en Thijs Bouwes, 1/3 fan 2 deimêd healân yn de Nordergeeren en 1 deimêd yn Bexterwaeren, beide mienskiplik mei doarpsrjochter Jan Jansen, 1/4 fan Foocke Wybes sate te Aldeboarn, lân te Westermar en 8 pm healân yn De Broek. In hiele ris foarderings mei ien út 1627 op Michel Jurriens. Dêrop folget skieding mei de widdo.

De jierlikse hieropbringsten fan it oanpart yn Lauswolt, fan dat yn Aldeboarn en fan it lân te Westermar bedrage resp. 500, 500 en 504 stoeren. Wy meie der dêrom op rekkenje dat it yn Westermar by benadering om in fjirde pleats te rêden is. It betrefte de stimmen 36 en 37 dêr, mar de stimkohieren en it proklamaasjeboek (1706) binne net útsprutsen ynformatyf. Wy wolle der lykwols fan útgean dat it besit te Boarn, Westermar en De Broek ôfkomstich wie fan Impck.

Yn 1654 en '62¹⁵² lient Yts Rensedr, widdo fan Eelcke Symens, te Boarn bedragen fan 100 en 300 goudg. fan Eelck Foockedr dêre, mei foar har bern by Pytter Jansen.

Yn 1662¹⁵³ keapje Ate Pyters Brantsma c.s. te Boarn 2/5 fan in pleats te Idaard dat ferkeapster erfd hie fan har man, fan Attie Hoytes, widdo fan Wopcke Popkes, foar 2500 goudg.

Yn 1680¹⁵⁴ wurde Ate Pyters Brantsma en Johannes Willems oansteld as fâden oer de bern fan Pier Hayties en widdo Meinu Jans. In hûs te Boarn en 27 pm lân binne mienskiplik oankocht troch Ate en Pier.

Yn 1682¹⁵⁵ keapet Johannes Feykes in heale pleats te Oosterboorn fan Aate Brantsma foar 1100 karg., yn 1683¹⁵⁶ is de widdo fan Aate Pyters Brantsma dêr neistlizzer oan de Waese.

Yn 1682¹⁵⁷ wurde op fersyk fan Geertie Ages, widdo fan Ate Pieters Brantsma, Geert Ottes en Wiebe Dirx oansteld as fâden oer harren dochter Eelckien Ates.

Yn 1683¹⁵⁸ wurdt te Aldeboarn de neilittenskip beskreaun fan Ate Pytersz Brantsma op fersyk fan neamde widdo en fâden. Fêstgoed: harren hûs en pleats en noch in oankochte pleats te Boarn, 1/2 hûs op de Weese en 13 pm efter de Waese, beide mienskiplik mei de bern fan Pier Haytses, 9 pm miedlân, 1/4 sate yn it noarden fan Boarn, mienskiplik mei Cornelis Hylkes en mei Merk Ottes c.s., 1/4 calfsgras, oankocht, 1/4 fan Stoutenburch sate ûnder Boarn, mienskiplik mei Johannes Feykes c.s., oankocht, 1/48 fan Laeswolt sate te Beetstersweach, oankocht, mei noch in oanpart dêre, part fan in pleats te Haskerhoarne (lêst Westermar), mandelich mei Aurelia van Hillama, widdo Baard, ... pm yn De Broek en 1/10 pleats te Idaard, mienskiplik mei

Tiaerd van Aylva en Merk Ottes c.s. Der is sulverwurk mei ynskripsjes APB GAA 1672 en mei PI IM.

Yn 1670¹⁵⁹ keapje Steven Jans en Siouckien Loo in hûs c.a. yn 'e buorren fan De Sweach fan Aate Pieters Brantsma foar 700 goudg. Oene van Teyens, kaptein fan in kompanjy te foet, en Benedictus van Teyens, sekretaris fan Opsterlân, lizze as neiste sibben fan de ferkeaper it near. Sjoch fierder ûnder IIIa.3.

Yn 1692¹⁶⁰ keapje Baerte Meynes Nijholt en Fockien Rinnertsdr 1/6 fan twa saten te Lauswolt op De Sweach, fan fean by De Himrik, fan 20 mêd bûten Beets en jitris 20 mêd Bexterwarren, rinnend fan Keningsdjip oant Leppedyk, fan Elkien Attes Brantsma, frou fan Pytter Minnes, grutskipper te Makkum, bystien troch harren (skoan)mem Gertien Aagges, widdo fan Atte Brantsma, te Aldeboarn dy't mediate erfgenamt wie fan Pyter Jans foar 382 goudg. Martijntie Lauswold fersiket it near.

Ut dit houlik:

1. Ymckien Pytters Laeswolt, berne om 1647 hinne, stoarn foar 1670, tr. gerjocht Raarderhim 5 april 1665 Enne Keimpes Ennema, te Raard, soan fan Keimpe Sipckes Ennema en Jantje Oegedr Hansma.¹⁶¹

Skuonmakker Andries Harmens te Aldeboarn lient yn 1662 200 goudg. fan Enne Keimpes te Raard en yn 1665 jitris 325 karg. fan Taede Ages en Meckien Bootedr.¹⁶²

Gjin bern.

2. Fopck, berne om 1648 hinne, jong stoarn nei 1654.

Ut it houlik fan Aette en Geertje:

- a. Eelkjen Ates Brantsma, fan Aldeboarn, tr. gerjocht Wûnseradiel 7 des. 1689 Pieter Minnes Postema, grutskipper en brouwer te Makkum.

Pytter Minnes, papist, is yn 1698 út namme fan syn frou eigener fan stimmen 25 en 77 fan Aldeboarn, fan 1/4 fan stim 71 en fan lannen yn û.o. stim 50, de pleats dêr't Jacob Willems (IIIg) in seisde part fan takaam.

Bysitter Taede Ages keapet (fanwege twa pakesizzers) fan harren yn 1692 3 pm foar 220 karg. en yn 1698 1/4 pleats foar 1100 karg.; Aleida D. van Andringa keapet yn 1698 harren pleats fan 60 pm foar 2650 karg.; Yde Reinstra yn 1699 1/2 'calfsgras' foar 557 karg.¹⁶³ Yn 1708¹⁶⁴ keapet grytman Regnerus van Andringa fan Eelkien Ates Brantsma, frou fan Pyter Minnes, te Makkum de oare pleats foar 2400 goudg.

Yn 1706¹⁶⁵ ferkeapet Eelkien Ates Brantsma, dochter fan Ate Pyters Brantsma en frou fan Pyter Minnes, brouwer te Makkum, oan grytman Hessel Vegilin van Claerbergen 6 pm ûnder Broek, 'de reydige ses' mar troch oaren 'de reydige acht' neamd, en 2 pm dêr yn it 'kamerlandt' en fierder har oandiel yn twa ekers yn de 36ste en 37ste stelle fan Westermar, safolle as foarhinne oan de erven fan Pyter Jansen op Beetstersweach tahearde en dat sy erfd hie foar 101 karg.

De ferkeap is yn Haskerlân net proklamearre mar it is wol oangien want inkelde moannen letter ruilet de grytman syn nije besit yn Westermar tsjin in heale pleats yn De Broek.

Yn 1710¹⁶⁶ liene Pytter Minnes en Eeke Ates Brantsma te Makkum 600 karg. fan skipstimmerman Rintie Tiepkes; as ûnderpân tsjinje harren hûs, it fjirde part hûs dêr't Foocke Sioerds wennen en it hûs dêr't Yde Durx smid wennet.

de pleats

It sjit al lekker op. Fierwei de measte nammedragers Lauswolt binne yn kaart brocht en de 17de-iuwske skiednis fan stim 26 is dêrmei yn grutte halen ek helder. In beheind oantal moat noch yn harren famyljeferbân ûnderbrocht wurde en fierder moat de skiednis fan stim 27 noch efkes skreaun wurde. Alderearst sil lykwols, mei help fan de hjirfoar beskreaune parenteel, de ferdieling fan de Lauswoltpleats wat sekuerder yn kaart brocht wurde. Dat wol net slagje sûnder in pittich stikje boekhâlden en dêr sit net ien lêzer fan in genealogysk artikel op te wachtsjen. Mar wa't soks net sinniget slacht dizze paragraaf gewoan oer, sa simpel is it ek wer. It grutte foardiel fan dy benadering is wol dat der, as de saak boekhâldkundich net 100% kloppet, grif wat oer de holle sjoen is. It sil net de earste kear wêze dat it troch in wikselwurking fan boekhâlden en rjochte ûndersyk yn de boarnen ta in hâldber resultaat komt.

It liket oars ek wol winsklik om wat oarder te skeppen yn de ferdieling fan de pleats, want de kohieren fan 1695 en '98 roppe nochal wat fragen op. Sa as: wêrom binne beide optellings ûnfolslein en hoe kin it fjirde part fan de erven fan Freerck en Jan Jacobs trije jier letter feroare wêze yn in achtste part? Mar ek bgl. wêr't Baarte Meynes syn fjirde minus 1/48 oandiel wei hat en wêrom't dat yn 1698 samar ynienen in fjirde diel wurden is.

Ut de eardere parenteel is ôf te lêzen dat stim 26 om 1690 hinne noch ferdielid wie yn it tredde part fan Pytter Jans en de fjouwer seisde parten fan de bern fan Jan Janssen d'junge en dat is yn de opjefte fan 1695 goed werom te finen. Dêr wurdt it seisde part (fan it gehiel) fan Pytter oantroffen op namme fan Brantsma en ek de tolfde parten fan Fopkjen en Martijntje Lauswolt binne kreas ynboekt. De tolfde oandielen fan harren broer en suster Henricus Lauswolt en Auck Jans ûntbrekke yn de opjefte en Brantsma hat in 48ste part te folle. Mar dat lêste kloppet wol, hy hie dat part derby kocht. Oant safier blykt it register fan 1695 dus in moai akkurate werjefte fan de ferdieling om 1690 hinne, allinnich it oandiel fan Baarte Meynes komt net oerien mei wat de boarnen fan datoangeande melde. Yn de optelling ûntbrekt in seisde part fan de pleats en sa op it earste gesicht liket dat fuort ferklearre trochdat de twa tolfde oandielen fan Henricus en Auck misse. Mar dat is wat te koart om 'e hoeke, sa sil bliken dwaan.

Tusken 1690 en 1698 is der gâns feroare yn de besitsferhâldings. Martijntie Lauswolt hie yn 1692 it 24ste part fan Antie Lauswolt kocht sadat har oandiel op $\frac{3}{24}$ kaam. Sy wie yn 1693 stoarn en har oandiel waard ferdield ûnder har sibben, eltse takke $\frac{1}{24}$. Baarte Meynes hie yn 1692 it seisde part fan Brantsma kocht en Fopck Lauswolt kocht yn 1695 it 24ste part dat Steven, Sytske en Swaentje Jans, bern fan har suster Auck Jans, fan Martijntie erfde hiene. Harren suster Fook Jans wie yn 1693 al wei, dy erfde net mei fan Martijntie-muoi.


Dat binne de mutaasjes yn stim 26 dy't wy út de proklamaasjeboeken (en oare boarnen) kenne. Mar der moatte mear feroarings west hawwe want allinnich hjirmei krije wy de boekhâlding net kloppend. Der sit oars net folle op: alle oanparten fan de mei-eigeners fan dy stim sille efkes hifke wurde moatte. It liket net ferkeard om dan mar mei de maklikste twa te begjinnen en dêrby rekkenje wy earst noch efkes yn oandielen fan stim 26 (dus net fan it gehiel).

Ut de parenteel bliket dat Antie Lauswolt, frou fan Ferff, $\frac{1}{12}$ fan stim 26 fan har âlden erfde hie plus $\frac{1}{24}$ fan Martijntie. Sy hie 1692 $\frac{1}{12}$ ferkocht en hie yn 1698 dus $\frac{1}{24}$ fan dy pleats yn besit. Allyksa hie Swaentje Jans, frou fan Idzerda, $\frac{1}{4}$ erfde fan it seisde part fan har mem sadat ek har oanpart yn dy stim yn 1698 $\frac{1}{24}$ wie. Har oandiel yn de neilittenskip fan Martijntie wie earder al ferkocht. Beide froulju steane dat jier notearre foar $\frac{1}{48}$ fan hiel Lauswolt dus dat kloppet goed. Mar dat mes snijt ek oan twa kanten. As $\frac{1}{24}$ fan stim 26 itselde is as $\frac{1}{48}$ fan it gehiel dan wie Lauswolt dus ferdield yn twa gelikense helten: de stimmen 26 en 27 wiene eksakt like grut. Dat is oars ek yn goede oerienstimming mei lettere stimkohieren, dêr't oan beide stimmen 40 pm lân taskreaun wurdt. Oan de oare kant jouwe dy oandielen, dy't dus goed oerienkomme mei de feitlike parten fan de parenteel, ek wat mear betrouwen yn de opjefte fan 1698 (mei al har lekken en brekken).

Dan fuort ek mar de fierdere bern fan dr. Henricus en fan Auck Jans (tenei wurdt rekkene mei oanparten yn de folsleine pleats, stimmen 26 en 27). De earste hie neist dochter Antie Lauswolt, hjirboppe, noch in soan Jannes. Dy is yn de ynlieding al efkes oan 'e oarder steld: syn oandiel wie $\frac{1}{24}$ (fan heit) plus $\frac{1}{48}$ (fan Martijntie) en de opjefte fan $\frac{1}{24}$ yn 1698 doocht gewoan net. Wy binne eins wol benijd wêr't syn 48ste part keard is.

Auck Jans hie fjouwer bern, Fook, Steven, Sytske en Swaentje Jans, en elts hie in fjirde part erfde fan har tolfde diel, $\frac{1}{48}$ dus. Dêrneist erfden Steven, Sytske en Swaentje mei mekoar $\frac{1}{24}$ fan Martijntie. Wy witte dat de neikommelingen fan Auck Jans yn 1694 yn berie west hawwe en ek dat troch harren akkoart it 24ste part taskikt wie oan de widdo fan Steven Jans (dy't dat part jiers dêrop ferkocht oan Fopck Lauswolt). Oer wat sy fierder

De ferdieling fan Lauswolt oant 1698
 mei opjefte fan wat elts erve hie,
 oankocht (mei +) en ferkocht (mei -)



bedissele hawwe jouwe de boarnen gjin útslútsel mar it lit him wol sawat riede. Swaentje Jans hat, sa't hjirboppe sjoen is, har 48ste oandiel holden en datselde moat it gefal west hawwe mei it 48ste diel fan Foock Jans dat doe yn besit wie fan dy har dochter Foockien, frou fan Baarte Meynes. Fan de 48ste parten fan Steven en Sytske Jans wurdt yn proklamaasjeboeken en kohieren fierder gjin spoar weromfûn en wy meie op grûn dêrfan tinke dat dy twa yn 1694 harren oandiel yn Lauswolt ynwiksele hawwe tsjin besit yn ien fan de oare pleatsen. Sa'n ûnderlinge (wer)ferdieling hoechde net proklamearre te wurden, dat koste allinnich mar jild.

Dan moat no earst sjoen wurde nei in oandiel dat hearde ta stim 27, it fjirde part fan de erven fan Freerck en Jan Jacobs (de helte fan dy stim) yn 1695. Itselde part komt werom yn de earste trije posten fan 1698 mar dan hjit it in achtste te wêzen. Ut de parenteel hjirnei blykt dat de earste opjefte korrekt is. Neamde erven hiene nammentlik de helte fan dy stim yn besit en ek wannear't sy dat yn 1709 ferkeapje giet it om $\frac{1}{4}$ fan Lauswolt. It is net te begripen hoe't dy fout yn it printe stimkohier slûpt is mar wy sjogge no fuort wol wêrom't de optelling dêryn net doocht. Der ûntbrekt in fjirde part en dat komt, hiel simpel, trochdat stim 27 mar foar de helte rekkene is, sis mar ûnderwurdearre. Yn de lettere kohieren is war dien om dy fout te werstellen mar dat is net op in earlike manier slagge. Wol stiet de diakonij fan Jistrum mei yngong fan 1718 wer notearre mei it oanpart fan $\frac{1}{16}$ (yn stee fan $\frac{1}{32}$) dat harren rjochtmjittich takaam.

Fierder falt dan op dat de hjir beskôge helte fan stim 27 yn 1698 (en ek 1695) wol notearre is mar dat wy gjin spoar oantrefte fan de oare helte. Dy moat dus earder ferkocht wêze.

Sjogge wy no hoe't it mei Fopck Lauswolt stie. Yn 1695 wurdt sy noch gewoan notearre mei it 12de part (fan it gehiel) dat sy fan har âlden erfd hie. Foar 1698 hie sy $\frac{1}{24}$ erfd fan Martijntje en $\frac{1}{24}$ bykocht fan Steven, Sytske en Swaentje Jans. Har oandiel yn 1698 wie dus, by ús witten, $\frac{4}{24}$. Hja stiet dan lykwols te boek mei $\frac{1}{4}$ plus $\frac{1}{24} = \frac{7}{24}$. Dat is $\frac{3}{24}$ ofwol $\frac{1}{8}$ mear as ferwachte. Mar der hat ek in ferkeap west fan de (oare) helte fan stim 27 minus $\frac{1}{48}$ fan it gehiel dêr't û.o. Fopck it near op lein hat (sjoch II d). Dat is oars ek in moai foarbyld fan hoe't de boekhâlder de ûndersiker skewiele kin: sûnder de earste wie dy ferkeap nea boppe wetter kaam.

Wy kinne no ynsjen dat dy keap fan $\frac{1}{4}$ fan Lauswolt oan Fopck kaam is. Lykas de oare helte fan stim 27 is dat fjirde oandiel yn it stimkohier as $\frac{1}{8}$ boekt. It oandiel fan Fopck yn 1698 kloppet yn safier dat allinnich it 48ste part dat sy net keapje koe wol meiteld is. Fopck hie $\frac{1}{48}$ te folle op har namme stean en dat moat itselde $\frac{1}{48}$ part wêze dat by Jannes Lauswolt ûntbrekt. In administrative misser moatte wy rekkenje.

Dan is it no ta oan de lêste mei-eigener Baarte Meynes. Dy syn oandiel fan $\frac{1}{4}$ minus $\frac{1}{48}$ (1695) dan wol $\frac{1}{4}$ (1698) is foar in normaal minsk folslein

ûnbegryplik. Hoe grut hat syn diel yn 1698 yn feite west? Dat is om te begjinnen $\frac{1}{48}$ dat syn frou erfd hie fan beppe Auck Jans. Dan hat Baarte yn 1692 neffens de keapakte $\frac{1}{6}$ fan Brantsma kocht. Der is reden om te twifeljen oan dy opjefte want heit Brantsma hie neist it seisde part dat him oankaam wie fan Pytter Jans noch $\frac{1}{48}$ bykocht (sjoch IIId.1). It leit net yn 'e reden dat dochter Brantsma dat 48ste part net meiferkocht hawwe soe. Wy komme derop út dat it oandiel fan Baarte hjirmei op $\frac{9}{48}$ of $\frac{10}{48}$ kaam is. Dêrmei binne wy der net want syn diel stiet notearre as $\frac{11}{48}$ (1695) of $\frac{12}{48}$ (1698) dus dat skeelt $\frac{2}{48}$. Mar no komme wy wer terjochte by it famyljeberie fan 1694 dêr't Baarte-en-dy harren besit weroardere hiene. Hjirboppe is sjoen dat Steven en Sytske Jans by dy gelegenheid grif harren $\frac{2}{48}$ ynwiksele hiene en wy sjogge no dus wêr't dy dielen keard binne. It lei ek al wat yn 'e reden dat Baarte dêrfoar gadingmakker wie want dy hie – grif doe al – de ambysje om Lauswolt folslein yn besit te krijen.

De opjeften yn de stimkohieren binne dus ek foar wat it oandiel fan Baarte oangiet klopjend. Dat fernuveret jin ek net want Baarte wie, neist Claes Jochems Idzerda, mei ferantwurdlik foar de opjefte yn 1698 fan harren doarp. Ek it ferskil fan $\frac{1}{48}$ fan Baartes besit yn dy twa jierren liket hjirmei wol ferklearre. Hy sil yn 1695 noch net en yn 1698 wol it 48ste part dat hy ekstra fan Brantsma kocht hie mei opjûn hawwe.

Bist der noch, sjoch ik. Dêr hie ik hast net op rekkene, fielt ynienen in stik minder iensum. Noch mar efkes trochbite want wy binne hast oan de ein fan de tunnel.

De misser yn de totaaloptelling yn 1698 is hjirboppe ferklearre, hoe liket dat no yn 1695? Alderearst sjogge wy dat it $\frac{1}{6}$ oandiel dat by Pytter Jans wei kaam dûbel boekt is: sawol op namme fan de eardere as fan de nije eigener. Wy binne al wat wend dus dat kin der maklik noch wol by. Der is dus $\frac{1}{6} = \frac{8}{48}$ tefolle boekt. Dêr stiet foaroer dat oare oandielen ûntbrekke. De iene helte fan stim 27 is ferantwurde, fan de oare helte allinnich it 48ste part dat Brantsma kocht hie, dus ûntbrekt $\frac{11}{48}$. It oandiel fan Henricus ûntbrekt folslein, dat is $\frac{4}{48}$ te min. Fan it tolfde oandiel fan Auck Jans is $\frac{3}{4}$ yn besit fan Baarte ($\frac{1}{4}$ erfd, $\frac{2}{4}$ by akkoart taparte) en wol opjûn wylst $\frac{1}{48}$ fan Swaentje Jans ûntbrekt. Dat is mei inoar $\frac{16}{48}$ te min. En dêrmei is dan ek it tekoart yn de optelling fan 1695 fan ($\frac{16}{48} - \frac{8}{48} =$) $\frac{1}{6}$ part ferklearre.

In grut tal kwestjes dy't earder spilen is hjirmei oplost. Wy hawwe aardich sicht krigen op de misboekings en – wichtiger – op de feitlike tadracht. De Lauswoltpleats wie splitst yn twa like grutte helten. De earder fêststelde faktor 3 komt folslein op konto fan stim 26 dy't erfd wie troch de trije bern fan Jan Janssen d'jonge en dêr't wy earder in faktor 4 mienden te sjen giet it om in faktor 2: twa helten fan stim 27. Hjirnei sil sjoen wurde dat it dêre oarspronklik in faktor 8 betref, acht bern fan Bouwe Jans.

Troch de behannele parenteel komt de Lauswoltpleats ek fierder al wat skerper yn byld. Dy omfettet, njonken it korpus fan 80 pm beâsten de buorren, 20 mêd Bexterwarren by Bouwe Reydt tusken Gaedyk en Ald Djip, 20 mêd bûten Beets en bewesten Bexterwarren tusken Gaedyk en Leppedyk, in ‘daghdilft’ tusken Sparjeburd en De Himrik en skarren en feanen yn De Himrik. By de oankeap troch de bern fan Jan Janssen d’jonge yn 1656 is al sjoen dat de erven fan Bouwe Jans fan stim 27 ek diel hiene oan de Bexterwarster mieden en hjirnei sil sjoen wurde dat it ek by harren dyselde 20 mêd betreft. Mei in pleats dy’t yn gelikense helten opdield is wylst beide helten itselde miedlân mienskiplik hiene, meie wy der wol op rekkenje dat it fan oarsprong ien bedriuw west hawwe sil.



Louwswoud te Beetstersweach

Dan is der noch in hiel ier fynplak fan de pleats oantroffen.

Op 27 juny 1604¹⁶⁷ ferklearret Tones Claessen dat hy Ariën Everts, dy’t him boarch steld hat yn ferbân mei mooglike oanspraken en pretinsjes nei oanlieding fan syn ferkeap fan in heale pleats op Lauswolt oan de grytman, frijwarje sil. Op 28 maaie 1605 wurdt dy ferklearring jitris werhelle.

Op 28 juny 1604¹⁶⁸ nimt Poepe Mennerts oan om Tones Claessen mei Alderheljen 86 phg. te beteljen.

Tones Claessen sil mûnder west hawwe by Bandsterskâns 1610, 1622, man fan Luytgen Joannesdr.¹⁶⁹ Blykber hat hy in jier nei syn earste

ferklearring noch gjin lannen levere en wy sille mar rekkenje dat it dêr ek net mear fan kaam is.

Underwilens binne wy no ek wol taret foar in ferkenning fan de famylje op de twadde pleats.

it folk fan 27

Miskien is it goed om hjirre mei in anekdote te begjinnen. Troch in dossierke Boelens yn famyljeoantekenings Van Harincxma binne twa spoarkes Lauswolt oerlevere. Yn it iene skema wurdt praat fan in Vrouckjen Broers, troude mei Jan Lauswolt mei in dochter Trijntje Lauswolt, frou fan Johannes 'Kleincuberg', predikant te Wolvegea. Dyselde Vrouckjen komt werom yn it oare skema, dan as frou fan Johannes Bouwes Lauswolt, pastoar te Hylpen, mei Ambrosius en Trijntje as bern.¹⁷⁰

No is in pastoar Johannes Lauswolt yn Hylpen fierder net bekind mar wol stie dêr Ambrosius Lauswolt as predikant. Nico van der Woude konkludearre, mei op grûn fan dy oantekenings, (terjochte) dat dy Ambrosius grif in soan wie fan neamde Johannes by Vrouckjen Broers Boelens.¹⁷¹ Mar ek Trijntje Joannes Lauswolt kenne wy wol, sy wie frou fan Johannes Nicolai Cleynburg, predikant te Wolvega. Harren earste dochter krige de namme Frouckien dus dat liket wol wat op Vrouckjen. It hat bliken dien dat Ambrosius en Trijntje Lauswolt eigener wiene fan de helte fan de Boelenspleats yn Olterterp, dy't sy yn 1651 ferkochten oan Bolardus (Broers) Boelens. Dat makket in Boelensmem foar dy twa oannimlik. Mar ek ferkeapje de bern en bernsbarn fan Trijntje Lauswolt yn 1708 harren oandiel yn of by de 20 mêd mieden yn it gebiet fan de Bexterwarren dat by Lauswolt hearde. In Lauswoltheit foar Trijntje liket dus ek net ferkeard. It wurdt, al mei al, dúdlik dat wy de Harincxma-oerlevering, ôfsjoen fan it fersin mei dy pastoar, serieuus nimme meie. Trijntje en Ambrosius Lauswolt wiene beide ôfkomstich fan Ljouwert mar dêr, en yn hiel Fryslân, wurdt gjin inkeld spoar oantroffen fan in Jan of Johannes Lauswolt. Efternei besjoen ek net sa hiel niver want oars hie hy de alderearste west om de namme fan dy pleats as skaainamme te brûken. Mei patronym wurdt er dan lang om let wol oantroffen en wol yn Wytmarsum dêr't dûmny Iohannes Boety en Frouckje Broers begroeven lizze. Hy wie, alwer yn oerienstimming mei de anekdote, yndie foargonger yn tsjerke, lykas letter syn soan en skoansoan.

Ic. Bouwe Jans, op Lauswolt, tsjerkfâd 1600, stoarn 1638, tr. (mooglik 1. in dochter fan Tysse Sywrts en Anne Poppedr; tr. 2.) foar 1615 Frouck Freercksdr, stoarn 1640/42, dochter fan Frerick Jacobs en Trijn.

Yn 1588¹⁷² Minne Buwes en Boele Gerbez, beide te Oltterterp, as fâden oer de jongste twa bern fan Tysse Sywrts by Anne Poppedr kontra Carste Carstesz Ybes as fâd oer de bern fan Jan Rommerts te Makkingea oer de levering fan lannen.

Yn 1598¹⁷³ oerleit Buue Jans in rekken fan syn fâdij oer de bern fan Siurt Tysses by widdo Aeфф dy't op 'e nij troude is mei Saecke (Buez?) yn presinsje fan û.o. Aryen Ewerts. De bern komt 131 daalders ta.

Yn 1600/02¹⁷⁴ binne Sirck Sakes en Buue Jans tsjerkfâden fan De Sweach, yn 1600¹⁷⁵ Syric Sakes en Buue Jans kontra Jan smit.

Yn 1578 is Frerick Jacobs goed foar 1 karg. yn de personele ymposysje.

Yn 1601¹⁷⁶ hat Jelle Jans in kwestje mei Bue Jans en Ferck Jacobs oer hieropsizzing fan it tredde part fan lannen, huzing en mieden dy't hy brûkt.

Men soe tinke kinne dat it Buwe en syn skoanheit oangiet en dat Buwe dus al foar 1601 mei syn Frouck troude wie.

Yn 1606 liene Jacob Diemers en Jetts 400 phg. (of mear) fan Frerick Jacobs en Trijn.

Yn 1613¹⁷⁷ keapet Frerick Jacobs ... (akte net ôfmakke).

Yn 1617¹⁷⁸ (dizze?) Buue Yans kontra Martinus Yochums om salaris.

Yn 1621¹⁷⁹ (dizze?) Bouwe Jans kontra Wybe Michiels om betelling fan 5 goudg. fan keap fan 'een spalling' (jonge baarch).

Yn 1624¹⁸⁰ is de pleats fan Bouwe Jans op De Sweach súdlike en eastlike neistlizzer fan de pleats dêr't Poepje Minnerts dan de helte fan keapet.

It is it earste fynplak nei lange jierren dat foar wis wer oan ús Bouwe Jans taskreaun wurde kin; de transaksje betrefst stim 25, pal benoarden stimmen 26/27. De measte lettere fynplakken sille earder Bouwe Jans fan Oerterp en Lippenhuzen mei syn Sybbel Jans betreffen en wurde hjir net opnommen.¹⁸¹

Yn 1626¹⁸² Bouwe Jans op Lauswolt kontra Reytie Feyties, ek op De Sweach. Yn 1633¹⁸³ Bouwe Jans op Lauswolt ûnder De Sweach kontra Reytie Feyties, no te Beets, om betelling fan 40 daalders.

Yn 1628¹⁸⁴ keapje Bouwe Jans en Frouck Frerickxdr op De Sweach, erfgenamten fan Frerick Jacobs en Trijn, omtrint 4 mêd yn Jacob Diemers kamp ûnder de klokslach fan Beets, dat sy al inkelde jierren brûke, fan Jan Jacobs, Roeloff Wolters fanwege syn frou Griet Jacobs en mei rjocht fan Sicke Sytties en Aucke Jacobsdr, Hebell Jacobsdr, frou fan Jan Jorytts, Hans Laurens as heit fan Laurens en Jacob by Vrouck Jacobsdr silger en Jantien Jans as erfgenamten fan Jacob Diemers en Jetts foar 400 phg.

Yn 1628¹⁸⁵ biedt Jacob Hanssen yn Suderdrachten, mei fanwege de fierdere erfgenamten fan Jacob Diemers, oan om Bouwe Jans op Lauswold en syn frou de 400 phg. te beteljen fan de foardering út 1606 fan Frerick Jacobs en Trijn op dy erfgenamten.

Yn 1631¹⁸⁶ drage sekretaris Saecke Teyens en frou in foardering fan 122 goudg. op Teecke Feyttes en frou oer op Bouwe Jansz en Frouck op Lauswolt.

Yn 1631¹⁸⁷ liene Saecke Tzieerts en Liuds Lyckledr te Garyp 300 goudg. fan Buwe Jansz en Frouck Frerickxdr op Lauswolt. Yn 1636¹⁸⁸ Bouwe Jans en Frouck Frerickxdr op De Sweach kontra Saecke Tyerts en Luydts Lyckledr te Terwispele oer in foardering út 1631 fan 300 goudg.

Yn 1638¹⁸⁹ Bouwe Jans en Frouck Frericxdr op Lauswolde ûnder De Sweach mei cessie fan Wytte Gielts en Rompck Siertsdr, widdo fan Hendrick Jencksz, mei rjocht troch skieding fan de jongste bern fan Hendrick Jencksz kontra Auck Sybrants.

Yn 1638¹⁹⁰ keapet Michiel Jurryns de helte fan 1½ mêd mieden yn Bexterwarren mei de erven fan Bouwe Jans bewesten.

Yn 1640 is Frouw, Bouwe Jans widdo, eigener fan stim 27 fan De Sweach, brûker is dan Thijs Bouwes.

Yn 1642¹⁹¹ draacht Tijs Bouwis, dy't troch skieding it rjocht krige fan de fierdere erven fan Bouwe Jans en Frouck Freerxdr, in foardering fan 11 maaie 1631 op Saeke Tyeerts, dêr't noch 225 goudg. fan restearret, oer op Jan Gauckis en Frouck Tyeertsdr.

Yn 1644¹⁹² keapje Jacob en Tijs Bouwis mei harren froulju 6/8 fan de helte fan in pleats op Lauswolt yn it east fan De Sweach fan Lutien Beens c.s.

Yn 1648¹⁹³ Frouck T'ierdtsdr, widdo fan Jan Gaukis, 'in Driemunt', mei har bern en mei rjocht fan Tijs Bouwis, sels en mei rjocht fan de fierdere erven fan Bouwe Jans en Frouck Freercksdr op Lauswolt kontra Lyoets Lyckledr, frou fan Sake Tiert, te Terwispe. Lyoets moat har de helte fan 225 goudg. betelje.

Acht bern fan Bouwe Jans, wy kenne seis:

1. Jan/Johannes, folget IIc.
2. Mett Bouwedr, stoarn foar 1646, tr. foar 1626 (om 1620 hinne) Luytien Beerns, stoarn 1655/56, soan fan Beernt Luities fan stimmen 7 en 8 fan De Sweach.

Yn 1603¹⁹⁴ binne de erven fan (Offringa-stamâlden) Jan Jansen smit en Jantien Arentsdr eigener fan in lytse pleats op De Sweach mei Beernt Luities bewesten en de pastory beëasten. Yn 1609¹⁹⁵ ferkeapje Lambert Jans c.s. (bern fan dy Jan en Jantien) in lytse pleats dêr mei de pastory beëasten en Beernt Luities bewesten.

Dat binne fan east nei west stim 10, stim 9 en stimmen 7 en 8.

Yn 1604¹⁹⁶ ferklearret Beernt Lutiens dat hij al oer de 40 jier eigener is fan in pleats op De Sweach.

Yn 1610¹⁹⁷ keapet Beernt Luities 5 mêd mieden yn Bexterwarren fan Wytie en Ghielt Bruins.

Yn 1618¹⁹⁸ keapet Luitien Beerns (akte net ôfmakke).

Yn 1621¹⁹⁹ Luytien Beerents kontra Jacob Andries en frou.

*Jacob Andries wie de man fan Aerntie Beerns.*²⁰⁰

Yn 1626²⁰¹ keapje Luitien Beerns en Mett Bouwedr 1/3 pleats op De Sweach fan Jan van Loo yn ruil foar 40 mêd mieden mei 1000 phg. derop ta.

Yn 1627²⁰² keapje Luyttien Beerns en Mett Bouwedr 1/2 fan 18 roeden yn Douwe Jelles pleats yn De Himrik fan Heyntie Sygers en Jeen Cornelisdr foar 55 phg.

Yn 1627²⁰³ is Luyttien Beerns 100 phg. skuldich oan Jacob Jans Smitt en Foeck Boeledr fan keap fan kjj.

Yn 1633²⁰⁴ keapje Luytien Beerns en Metke Bouwedr 2 mêd mieden yn de Nordergaeren, mienskiplik mei Girbe Broors, mei doarpsrjochter Jan Jansen c.s. besuden fan de grytman foar 204 karg.

Yn 1636²⁰⁵ liene Luytien Beerns en Mette Bouwedr op De Sweach 100 phg. fan Jelle Jans en Bauck Sytsedr dêr.

Yn 1640 is Luitjen Berents eigener fan 2/3 fan stimmen 7 en 8 fan De Sweach, Jacob Andries fan 1/3.

Yn 1646²⁰⁶ keapet Michiell Jurriens 2 roeden fean yn Sparriebirdt fan Lutien Beerns, mei foar syn bern, foar 60 goudg.

Yn 1648²⁰⁷ Lutien Beerns op De Sweach kontra Wael Sygersdr, widdo fan Reytsse Feyties, te Beets en dy syn erven.

Yn 1649²⁰⁸ ruilet Lutien Beerns syn 3 mêd boppe de Gaeu mei Andries Saekes en frou tsjin 3 mêd yn Bexterwarren.

Yn 1655²⁰⁹ ferkeapet Luytsen Beerns mei syn bern as erven fan harren mem Met Bouwes hoarnleger en hûs fan harren pleats foar 740 goudg. Ferkeapers' sibben en neistlizzers Andries Jacobs en Jacob Andries lizze it near. Dan folgje perselen lân yn de pleats foar yn totaal 2188 goudg., 16 mêd yn Bexterwarren, jitris 10 mêd dêr't sibbe Wyllem Jelles it near fan fersiket en yn totaal 190 st. oan grûnpachten. Keapers binne û.o. Girbe Bauckes en Beerent Luittiens mei harren froulju, Hylcke Wybbes en Jan en Freerck Luittiens.

Ut dit houlik:

- Beerent Luyties, tr. foar 1644 Aeltie Jansdr.

Yn 1644²¹⁰ liene Berent Luitiens en Aeltien Jansedr op De Sweach 100 phg. fan har omke Michiel Jurgens dêr. Heit Luitien Berens stelt him boarch.

Yn 1665²¹¹ liene Berent Luyties te Beets en Aeltie Jansdr 50 karg. fan Jurien Michiels en Siordtie Jetsesdr op De Sweach. Underpân is it húsmanne-ark.

Yn 1666²¹² wurde Jan Luytiens en Jurien Jans oansteld as fâden oer de bern fan Beerent Luyties en Aaltie Jansdr. Yn 1670 en '74²¹³ folgje rekkens, dy lêste troch Elscke Teyes, widdo fan Jan Luyties, en yn presinsje fan Dirck Eelckes, man fan Met Beernts. Ek wie der in dochter Trijn Beernts; kostpenningen wiene betelle oan Wisck Alberts, frou fan Freerck Jacobs.

- Jan Luyties, smid op De Sweach 1653, boer te Oerterp 1664, stoarn 1670/74, tr. Elscke Teyes.

Yn 1653²¹⁴ hat Jan Luyties, smid op De Sweach, rekkene mei Thonis Riemers Oom, izerkeaper te Ljouwert, en it saldo fan 160 karg. sil er mei de tiid foldwaan.

Yn 1664²¹⁵ binne Jan Luytiens en Elsie Teyesdr te Oerterp 802 karg. skuldich oan harren broer Arent Luytiens, frijfeint yn de Noarderdrachten, fan de skieding yn 1656 fan heite- en memmegoed. As ûnderpân tsjinnet harren lân, bisten en boereark. Yn 1665 wie al 300 karg. ôflost.

- Freerck Luittiens, mr. timmerman op De Sweach, te Drachten, tr. foar 1653 Rints Gauckes, dochter fan Gaucke Wytjes, boer te Selmien (op stim 20 fan Oerterp), en Syts Wygers.²¹⁶

Yn 1653²¹⁷ liene Freerck Luytiensz, mr. timmerman, en Rintske Gauckedr en Jan Luytiens, allegear op De Sweach en elts foar de helte 40 karg. fan assessor Bolardus Boelens.

Yn 1653²¹⁸ liene Frerick Luytiens en Rints Gauckedr op De Sweach 40 karg. fan Willem Jelles, lekkenkeaper dêr, ta betelling fan 1 pm mieden, kocht fan de erven fan Gosse Sierts.

Yn 1655²¹⁹ keapje Frerck Luittiens en frou 5 mêd mieden yn Bexterwarren en 3 mêd yn de Noordergaeren fan Luitsen Beerns en syn bern as erven fan syn frou Met Bouwes foar 47 goudg. elts mêd resp. 153 goudg.

Yn 1659²²⁰ in akkoart fan Hinne Jeens mei Jelle Gauckes en Frerick Luytiens as fâden oer Hinnes trije bern by Siouck Gauckes. Oan de bern komt memme oanpart yn lân te Selmien mei it part dat sy kocht hiene fan Jelle Gauckes plus foar elts 50 goudg. mits ek Heerdt Bouwes, omke fan de bern, dêrmei akkoart giet.

Yn 1662²²¹ liene Freerck Luitiens en Rints Gauckedr yn de Drachten 100 goudg. fan Eelckien en Aerndt Aerndts, de bern fan Aerndt Aerndts en Trijntie Wyggers.

Yn 1662²²² draacht Freerck Luytiens, mr. timmerman te Noarderdrachten, syn foardering út 1659 fan 183 karg. op Jan Jansen te Sigerswâld oer op de keaplju Reyd Reydts en Siouckien Jansdr.

Yn 1663²²³ binne Freerck Luytiens yn de Suderdrachten en Rintsck Gauckedr 500 karg. skuldich oan Wytscke Pietersdr, widdo fan Arent Arps, yn De Himrik fan keap fan 'eecken hout'.

Yn 1679²²⁴ wurdt de fiskaal Harmannus Idema oansteld as fâd oer Gaucke, omtrint 19, en Luitien Freercx, omtrint 15, fanwege in saak foar it Hof tsjin doarpsrjochter Cornelis Fockens Eringa.

Yn 1682²²⁵ sil Harmannus Idema as fâd oer de bern fan Freerck Luitiens en Reinsch Gauckes by dekreet 1/2 pleats te Selmien ferkeapje.

- Arent Luytiens, te Noarderdrachten.

3. Tijs Bouwes, folget Iid.
4. Jacob Bouwes, folget Iie.
5. Folckien Buwes, tr. om 1635 hinne Jan Wiegers, mr. skuonmakker te Surhústerfean; hy tr. 2. 1657 Foeck Martens.

Yn 1657 en '58²²⁶ beskriuwing en skieding op it Surhústerfean fan de neilittenskip fan Folckien Buwes, frou fan Jan Wiegers, mr. skuonmakker, dy't op 'e nij troude is mei Foeck Martens op fersyk fan Tijs Buwes op Lauswolde ûnder De Sweach as omke en fâd fan it jongste weesbern Yidt Yansdr. Bern: Trijn Jansdr, 20 jaar, frou fan Joannes Uilckes, kûper te Surhústerfean, en Jedt Jansdr, yn har iode. Fêstgoed: 10 mêd yn de útmieden efter Surhuzum dy't de mem erfd hie fan har âlden en inkelde oankochte stikken lân yn en by Surhústerfean.

Ien bern is folwoeksen wurden:

- Trijn Jansdr, berne om 1637 hinne, tr. foar 1657 Johannes Uilckes, mr. kûper op De Gerdyk en (sûnt 1666) te Surhústerfean.

Hja litte yn 1664 te Koartswaagen dochter Folssien dope.

Yn 1660²²⁷ liene Joannes Ulckes, mr. kûper, en Trijntie Jansdr op De Gerdyk 400 goudg. fan Jan en Freerck Jacobsz op De Sweach.

Yn 1666²²⁸ tekenje mr. kûper Jannis Uilckes op De Gerdyk en letter dat jier op it Surhústerfean, en Trijntie Jan Wygers foar skulden fan levere hout, mei foar harren nij boud hûs.

Yn 1668²²⁹ keapje Joannes Uilckes en Trijn Jans in hûs te Surhuzum fan de erven fan Lou Mercx foar 130 goudg.

Yn 1668²³⁰ keapje Aernt Aernts d'junge en notaris Joachimus Laerentius en Eelckien Arents op De Sweach $\frac{1}{4}$ hûs dêr, ferkeapers oandiel yn $\frac{6}{2}$ en 5 mêd mieden ûnder Terwispel en 3 mêd marschen ûnder Beets, alles mandelich mei de keapers en it weesbern fan Andries Wiggers en oanerfd fan broer resp. omke Hans Wygers, fan Ipck Wigersdr, widdo fan Jan Harmens, te Surhuzum en Trijn Jans, frou fan Joannis Uilckes, mr. kûper op it Surhústerfean.

Yn 1684²³¹ keapje Jan Uilkes en Hincke Arents op it Surhústerfean ferkeapsters oandiel fan hûs en lân yn De Koaten, mienskiplik mei keapers, fan Trijntie Jans, widdo fan Joannes Uilckes, bystien troch har mearderjierrige soan Buue Joannes foar 110 goudg. dêr't $\frac{2}{5}$ fan al betelle binne oan Buue en Uilcke Joannes wylst de oare $\frac{3}{5}$ op rinte ûnder de keapers bliuwt oant de oare bern mearderjierrich binne en har kar meitsje oft hja it jild of it lân hawwe wolle.

Yn 1701²³² binne skipper Giel Sytses en Sytske Doytses te Koartswegen 137 karg. skuldich oan de bruorren Bouwe en Jacobo Joannis op it Surhústerfean fan levere hout.

6. Freerck Bouwes, op Lausuoeldt 1640, skuonmakker te Lippenhuzen, stoarn nei 1669, tr. Antie Heerckedr, dochter fan Heercke Sjoerds yn De Himrik, tinklik by Hantien Egbertsdr.

Yn 1619²³³ keapje Heercke Siurts en frou lannen yn syn pleats yn De Himrik.

Yn 1640 binne de widdo en bern fan Heercke Sjoerds eigeners en brûkers fan stim 17 fan De Himrik; yn 1698 en 1728 binne Buwe en Aeltie Freerx eigeners fan $\frac{1}{8}$.

Yn 1640²³⁴ keapet Freerck Bouwis, wenjend op Lausuoeldt, huzing c.a. te Lippenhuzen fan Cornelis Cornelisdr, widdo fan Beern Beerns, foar 365 goudg.

Yn 1651²³⁵ liene Botte Jeens en Jouck Sjoerdsdr yn Koartswegen 200 phg. fan Freerck Buues en Antie Herckesdr yn Lippenhuzen.

Yn 1657²³⁶ lizze mr. Hedman Tziercks te Beets en Freerck Bouwes, mr. skuonmakker te Lippenhuzen, in rekken oer fan harren fâdjij oer de innosente Rints Sjoerdsdr te Beets, widdo fan Gielt Tiercks, yn presinsje fan Tzierck Tzierckx te Burgum en Hantien Egbertsdr, widdo fan Heercke Sjoerds.

Yn 1659²³⁷ keapje Freerck Bouwes en Antie Heerckx $\frac{1}{2}$ mêd yn de Breggewarren foar 142 goudg.

Yn 1667²³⁸ liene Rienck Rienckx de olde en Eelck Jochumsdr te Lippenhuzen 100 phg. fan Freerck Bouwes en Antie Herckedr dêr; akte troch Freerck oanbean foar registraasje 1669.

Ut dit houlik:

- Bouwe Freercx, fan Beetstersweach, wurdt op 25 febr. 1699 boarger fan Dokkum, beurtskipper.

Yn 1711²³⁹ wurde Bouwe Freercx en Jan Jorryts oansteld as fâden oer de minderjierrige bern fan Johannis Heerckis en Tjaltie Sjoerds.

Yn 1722²⁴⁰ liene Jan Harmens Wiggenhoorn, 'mr. dopjeswewer', en Bernardina Wislingh 225 karg. fan Bouwe Freercks, âld-beurtskipper te Dokkum; hja stelle harren heale beurtskip fan Dokkum op Ljouwert as ûnderpân.

- Aeltie Freerx, stoarn nei 1728.

IIc. Jan Bouwes (Johannes Boetius), berne om 1591 hinne, fan Sânwâlden, studint Frjentsjer 1608, predikant te Aldlemmer, Wytmarsum 1621, dêr stoarn 20 okt. 1624, tr. Frouck Broersdr, berne Olterterp om 1597 hinne, stoarn 24 okt. 1641, begr. Wytmarsum, dochter fan Broer Boelens en Wemel Saackedr.

Yn 1625²⁴¹ keapje Geert Jans en Douwe Douwes te Weinterp 2 pm healân yn de Coldehorne fan Wemell Saecesdr, widdo fan Broer Boelens, foar 270 phg. Bouwe Jans, pake fan de bern fan Jan Bouwes silger by Frouck Broersdr, ferkeapsters dochter, fersiket it near.

Yn 1626²⁴² liene Dirck Hyndricx en Wyttske Broersdr te Surhústerfean 200 karg. fan Frouck Broersdr mei har bern by Jan Bouwes. Op fersyk tekenet harren broer Bolardus Boelens mei.

Yn 1640 binne Wemmel, widdo fan Broer Boelens, mei har soan Boe Broers en fierdere bern en erven eigener fan de helte fan stim 3 fan Olterterp.

Yn 1651²⁴³ keapet assesseur Bolardus Boelens, mei fanwege syn bern by Hiltie Clasedr, 1/2 fan in sate te Olterterp en fan losse lannen dêre, mienskiplik besit mei de keaper, mei noch 1/2 fan bou- en heidelannen, mienskiplik mei keaper en mei Taetske Syrcx en har bern, fan Ambrosius Lauswolt, predikant te Eksmoarre, en Trijnte Jansdr Lauswolt, frou fan ds. Joanne Cleyenburgh, predikant te Reduzum, foar 850 goudg.

Ut dit houlik:

1. Trijntje Joannes Lauswold, folget IIIc.
2. Ambrosius Johannes Lauswold, te Ljouwert, studint theologie Frjentsjer 1640, Grins 1644, predikant te Eksmoarre 1647-'53, Hylpen 1653, stoarn dêr [21 nov.] 1660, tr. Geeske Meyerij.

Yn 1633²⁴⁴ ûntfangt Ambrosius Johannes 12 karg. fan de ûntfanger generaal fan it kleastergoed om boeken te keapjen; fan 1635-'45²⁴⁵ krijt Ambrosius Joannes Lauswolt, oant 1637 te Ljouwert, jierliks 110 karg. pensity foar syn stúdzje.

Yn 1654²⁴⁶ liene Sible Heeres en frou 52 karg. fan ds. Ambrosius Lauswolt, predikant te Hylpen, en Geeske Meyerij.

IIIc. Trijntie Joannes Lauswold, tr. Ljouwert 26 nov. 1645 Johannes Nicolai Cleyenburg, studint Frjentsjer 1640, predikant Tsjerkgaast 1645-'47, Reduzum 1647-'54, Wolvegea 1654 oant syn dea, dêr stoarn 1686. Hy tr. 2. foar 1670 Annichien Gerbrants Poger.

Yn 1678²⁴⁷ keapet ds. Johannes Kleinenbuirch in hûs oan de Middelstraet te Wolvegea fan Wyllem Jacobs foar 130 phg.

Yn 1708²⁴⁸ keapet Baarte Meynis Nijeholt op De Sweach 3 mêd mieden yn in stik fan 13 yn de Bexterwarren mei de keaper ten easten, suden en westen fan Frouckien en Hiltie Cleyenburg elts foar 1/3 en Trijntie Cleyenburg, frou fan Claas Jans, Folckert en Johannes Cleyenburgh foar 1/3, allen te Wolvegea, foar 65 karg.

Bern:

1. Frouckien Cleyenburg, doopt Tsjerkgaast 1647, stoarn nei 1677.
2. Mr. Nicolaus Cleyenburgh, wurdt boarger fan Sleat 4 okt. 1673, mr. sjirurgijn te Wolvegea, tr. 1. Jantien Claes, dochter fan Claes Berents; tr. 2. foar 1681 N.N.

Yn 1677²⁴⁹ keapet mr. Nicolaus Kleinenburch te Wolvegea in hûs mei Frouckien Kleinenbuirch bewesten, fan de diakens fan Wolvegea foar 180 phg.

Yn 1681²⁵⁰ makket Nicolaus Cleyenborg, mr. sjirurgijn te Wolvegea, skieding mei syn dochter Trijntien Claes by syn earste frou Jantien Claes, dy't bystien wurdt troch har pake ds. J. Cleyenborgh en âldomke fan memmekant Harmen Berents. Fan memme- en pakegoed komt it bern û.o. in heale pleats yn Wolvegea ta, in 'houwbosch' dêre, erfd fan pake Claes Berents, 1/4 pleats yn Aldeberkeap en it hûs dêr't hja wenje. Nicolaus hie fan syn memmegoed mear as 500 gûne ynbrocht.

Yn 1688²⁵¹ keapje mr. Nicolaes Kleinenburch en Luibert Jannes, beide te Wolvegea, in pleats te Munnekebuorren fan de erven fan stelling Sibbert Menies foar 1125 phg.

Yn 1690²⁵² keapet mr. Nicolaes Kleinenbuirch 1/6 pleats te Sonnegea, mienskiplik mei Lammechien Jochems c.s. (sjoch IIIa.5), fan Hendrick Geerts foar 245 karg.

Yn 1698 is mr. Nicolaes Kleyenborg eigener fan stim 14 fan Munnekebuorren en 1/6 fan stim 7 fan Sonnegea.

Op 15 maaie 1704 wurde yn Weststellingwerf Claas Jansen en Jacob Roelofs oansteld as fâden oer de minderjierrige en útlannige Folckert en Johannes, soannen fan mr. Nicolaas Kleyenborgh.

Ut it earste houlik:

- Trijntie Cleyenborgh, docht belidenis Wolvegea 29 jann. 1702, tr. om 1693 hinne Claas Jansen, te Wolvegea.

Op 23 juny 1715 wurde Abel en mr. Johannes Cleyenborgh oansteld as fâden oer Jan, yn syn 21ste, Jannes, 19de, Swaentjen, 17de, Jantjen, 13de, en Lutgertje, 9de, bern fan Claas Jansen en Trijntje Cleyenborgh, beide stoarn te Wolvegea.

Yn 1715²⁵³ wurdt te Wolvegea op fersyk fan neamde fâden de neilittenskip beskreaun fan Trijntje Kleyenborgh, widdo fan Claas Jans. Twa heale pleatsen

te Wolvegea hearre har ta. Yn 1723 (marzje) tekenje Jan Clasen, Swaantje Clasen, frou fan Marcus Bijinema, te Wolvegea en Jannis Clasen te Sonnegea foar ûntfangst fan harren part.

Ut it twadde houlik:

- Folckert Cleynburgh, berne nei 1679, stoarn nei 1708.
- Mr. Johannes Kleyenburgh, berne nei 1679, mr. sjirurgijn mei kij (1749), tr. Wolvegea 18 maaie 1710 Trijntje Geerts Kleyenburg, sy mei attestaasje fan It Hearrenfean nei Wolvegea 12 febr. 1712.

Yn 1711²⁵⁴ ruilet Johannes Kleyenburgh, mr. sjirurgijn te Wolvegea, syn hûs en hûf dêr mei Baucke Hendriks tsjin de helte fan in pleats te Nijetrine dêr't syn frou de oare helte fan besit, mei taheakke fan 500 karg.

Mr. Johannes Kleyenburg is yn 1728 û.o. eigener fan stim 14 fan Munnekebuorren en fan 19/24 fan stim 11 fan Nijetrine.

3. Hiltie Cleynburg, komt tinklik yn 1726 mei attestaasje fan Wanneperveen nei Wolvegea.

Yn 1692²⁵⁵ keapet Hiltien Kleynbuirch in hûs te Wolvegea fan Reiggerd Ronienbuirch foar 325 karg.

IIId. Tijts Bouwes, boer op Lauswolt 1640, '54, '58, '62, stoarn foar 1675, tr. om 1625 hinne N.N.

Yn 1688²⁵⁶ keapet Liebbe Teyes 1/4 minus 1/48 fan 20 mêd mieden by Buwe Reid tusken Ald Djip en Leppedyk foar 26 goudg. it mêd, en fan 20 mêd boppe Geeuw tusken Gaedyk en Leppedyk foar 35 goudg. it mêd fan Wtse Wisses, Liebbe Teyes en Jelle Feitzes fanwege harren froulju en Gerryt Lammerts fanwege syn frou Swaentje Pyters, mei foar de fierdere erven fan Wytske Tijsses, yn totaal foar goed 279 goudg. Der komt protest fan de erven fan Jan Alles en Wyb Jans fanwege in foardering út 1661 op Wyts Tijsses, frou fan Pyter Jouckes. Baerte Meines fersiket it near.

Yn 1688²⁵⁷ keapet Oene van Teyens 1/4 minus 1/48 fan de sate Lauswolt op De Sweach, berjochte mei twa stimmen fan dyselde erven foar 312 phg. Fopkien en Martijntie Lauswolt en Baerte Meines Nieholt dy't gers yn gers hawwe fersykje it near.

Fjouwer bern:

1. Wyts Tijsses, tr. foar 1661 Pyter Jouckes, by Echten yn Drinte.

Yn 1661²⁵⁸ liene Peter Jouckes 'op Hoogh Echternaer Veen' en Wyts Tijssesdr 600 karg. fan Jan Alles en Wipck Jansdr te Lippenhuzen. Syts Daniels, frou fan ds. Johannes Menelai, stelt har boarch.

Yn 1662²⁵⁹ liene Piter Jouckes en Wyts Tijsses op 'Hoogh Echternaerveen inde lantschap Drente' 500 carg. van Sioert Alles en Teth Aetes te Lippenhuizen. Tijts Bouwes te Lauswolt en Sytske Daniels te Lippenhuzen stelle har beide boarch.

Yn 1675 ien bern:

- Swaentje Pyters, fan Hoogeveen, tr. Hoogeveen 1 sept. 1683 Gerryt Lambers, fan Emmelenkamp.

2. Alle Tijsses, folget IIIId.

3. Swaentie Tijsses, tr. om 1658 hinne Teeke Pieters, boer op Lauswolt 1681, '87, lidmaat De Sweach 1677, dêr stoarn 11 okt. 1703. Hy tr. 2. 1674 Griet Liebbes.

Yn 1682²⁶⁰ stelt Teeke Pyters, dy't yn 1674 op 'e nij trouw wie mei Griet Liebbes, in oersjoch op fan wat syn dochter Aechtie, no omtrint 22 jier, by Swaentie Tysses takomt. Fan Uitse Wisses c.s. hie hy 33 karg. ûntfongen fan de neilittenskip fan har pake en beppe, en de dochter komt noch 1/16 ta fan de sate Lauswolt op De Sweach. Sy tekenet as Aettie Teckes.

Op 17 nov. 1703 betellet de diakonij fan De Sweach 7 karg. oan Joannes Lauswolt foar de kiste foar Teeck Pyters.

Fan 1681 oant 1687 lit Teeke fjouwer bern dope, allegear berne te Lauswolt.

Ut dit boask:

- Aatt Taekes, berne om 1660 hinne, tr. foar 1688 Jelle Feytzes, meelker te Beetstersweach, stoarn nei 1744, soan fan Feytse Annes en Trijn Siouckes te Lippenhuzen.²⁶¹

Jelle Feytzes wurdt op 2 febr. 1694 op belidenis doopt, twa dagen letter wurde hy en Aath Taekes lidmaat op De Sweach. Hy is âlderling 1736.

Dopelingen: Sjouke 1688, Sioucke '89, Anne '91, Lykle '95, Swaantje '99, Trijntie 1702, Sytske '05.

4. Frouk Thijsses, tr. foar 1675 Wtse Wisses, boer op Lauswolt 1684, op stimmen 26 en 27 1698, stoarn op Lauswolt 4 maart 1700.

Wytze Wisses en Frouk Thijsses komme mei atestaasje per 10 aug. 1684 fan Weinterp nei Lauswolt. Vrouckjen Tysses is noch lidmate op De Sweach 1707.

Bern:

- Wisse Vytses, berne 'in de Lauswold', doopt Beetstersweach 11 maaie 1684, wierskynlik stoarn 1714.

Op 4 okt. 1714 ûntfangt de diakonij fan De Sweach 11 st. fan it lekken foar Wysse Wyttes.

- Tijs Uytses, boer op Lauswolt 1709.

IIIId. Alle Tijsses, stoarn foar 1666, tr. om 1655 hinne Wempck Aebledr, dochter van Aebele Annes en Auck Wolters te Weinterp.

Aebele Annes wie (mei-)eigener fan stimmen 20 en 39 fan Weinterp en kocht mei syn Auck parten fan stim 36 op.²⁶²

Yn 1650²⁶³ keapje Able Annes en Auck Wolters te Weinterp û.o. 1/5 fan 1/4 fan in pleats dêr, mei 1/5 fan 1/8 fan de huzing, mienskiplik mei de keapers, dat Swaentie Eyssedr, frou fan Emanuel Gemminga, en Albert Eysses, in 'Bresylien', erfde hiene fan harren pake Anne Eysses, foar 275 goudg.

Yn 1666²⁶⁴ wurde Tijs Bouwes fan heitekant en Aebele Annes fan memmekant oansteld as fâden oer de bern fan Alle Tijsses en Wempck Aebledr.

Yn 1675²⁶⁵ oerlizze Taco Piters en Eysse Eebeles in rekken fan de fâdj fan Tijs Bouwes en Aebele Annes, beide ferstoarn, oer de bern fan Alle Tiesses. Fan in oantal

ynkomsteposten fan Taco, û.o. fan 'holtgelt' fan it oandiel fan de bern yn Lauswolt, komt Pyter Jouckes fanwege syn iene bern de helte ta, mar ek moat mei Pyter rekkene wurde om't fan in post mar 1/4 ta lêst fan de heit fan de weesbern komt. De akte wurdt mei ûndertekene troch Wolter Abels en (it hânmerk fan) Oetse Wisses.

Yn 1677²⁶⁶ wurdt dochter Elske Alles, frou fan Hendrik Luerts, útboedele. Fan in tegoed fan de erven fan Tijs Bouwes komt de wezen 1/4 ta, Elske dêrfan 1/3. Reparaasje oan de huzing fan Lauswolt komt foar 1/3 fan 1/16 foar rekken fan Elske.

Yn 1680²⁶⁷ folget in rekken troch Ayse Eeblis en Take Pytters fan harren fâdij oer Bouwe en Frouk Alles. Fan in grut tal útjeften oan de huzing fan Lauswold komt 1/16 ta harren lêst. Yn 1683 kwitansje fan Bouwe Alles, soldaat ûnder de kapitein Ketel, en yn 1681²⁶⁸ wurdt ôfrekkene mei Frouk Alles, dan frou fan Liebbe Teyes.

Ut dit houlik:

1. Elske Alles, fan Weinterp, tr. Snits 11 maart 1677 Hendrik Jans Luyrds, fan Snits.

Yn 1678²⁶⁹ keapje Aate Pipers Brantsma en frou te Aldeboarn 1/48 fan de 'zaten Lauswolt genaempt' ynklusyf mieden en fjilden, sa't ferkeapster erfd hie fan har pake, fan Elske Alle Tyessesdr, frou fan Hendrik Luierts, foar 100 goudg.

Op 27 april resp. 27 july 1679 komme Elske Alles en Hendrick Jans Luyrds mei attestaasje fan Snits nei It Feen dêr't hja yn 1689 noch lidmaat binne, hy dêrop 'excommunicatus'.

Yn 1687²⁷⁰ meitsje Hans en Hendrick Johannes Lieursma, fâden fan de bern fan Johannes Theunis by Bijke Johannes Leursma, in skieding mei de heit dy't op 'e nij troud is. Hja tekenje as Hans Luersma resp. Hendryck Luers.

2. Bouwe Alles, soldaat 1683.
3. Frouk Alles, tr. 1. 1681 Liebbe Teyes, wever en keapman op De Sweach, stoarn 19 sept. 1700, soan fan Teye Lebbes en Wytse Eysses; tr. 2. foar 1703 Bernardus Jans Holtrop, weinmakker.²⁷¹

Yn 1697²⁷² keapje Libbe Teyes en Frouck Alles op De Sweach 1/4 fan 4 mêd marschen te Beets fan Keimpe Pyters, mr. skuonmakker, foar 106 goudg.

Yn 1698²⁷³ keapje Lebe Teyes en Frouck Alles in hoarnleger mei hûs en skuorre, berjochtige mei in stim en grêf op it hôf, fan Nolle Jans foar 545 goudg.

Yn 1696²⁷⁴ keapje de keapman Libbe Teyes en frou 1/3 en kûper Johannes Lauswolt 1/3 fan hûs en skuorre op De Sweach, berjochtige mei frije tapperij, fan Jan Foppes dy't sels it oare 1/3 hâldt foar 246 karg. Yn 1698²⁷⁵ keapje Liebbe Teyes, keapman, en Frouck Alles op De Sweach it oare 1/3 fan dat hûs en hiem dêr, 'de Roscam' neamd, mei gebrûk fan de spinnerij fan Jan Foppis foar 123 karg. Jan Foppis en Auck Jans keapje dan 1/3 fan dat hûs, berjochtige mei frije tap en mei ferkeapers oandiel yn de spinwielen, fan Jannes Lauswolt, frijfeint en kûper, foar 130 karg. Liebbe Teyes leit it near.

Liebbe en Frouck dogge belidenis op De Sweach 30 okt. 1681, hy wurdt yn 1690 diaken, yn 1696 is syn mem stoarn.

Yn 1698 binne Liebbe Teyes en frou eigeneren fan stim 22 fan Beets, yn 1728 stiet 33/56 op namme fan Teye Libbes, 3/14 fan Barnardus Jans fanwege syn bern by Frouckjen Allis, beide ek brûkers, en 11/56 op namme fan Yde Gerckis fanwege syn frou; ek stim 12 fan Easterwâld hearde har ta.

Dopelingen eks 1.: Wimke 1682, Teye '84, Aalle '87, Eise '88, Wempke '89, Wytke '92, Wimke '94, Eise '96; eks 2.: Jan 1703, Krystyna '05.

- Teye Libbes, weinmakker, âlderling 1748, feanbaas 1749 op 'e Sweach, tr. foar 1712 Martsen Sjoerds, doopt Beets 16 febr. 1690, stoarn yn de wike foar kryst 1747, dochter fan Sioerd Tiebbes, doarpsrjochter, en Jantje Pieters.

Op 21 febr. 1717 dogge beide belidenis te Beetstersweach.

Yn 1724²⁷⁶ keapje Teye Libbes, mr. weinmakker, en Martsen Sjoerds op De Sweach 2 mêd tresken te Beets fan Johannes Lammerts op 'e Sweach en Frouck Coenes, frou fan Lippe Sytsis, húsman te Beets, foar 95 karg. it mêd.

Teye Libbes is yn 1728 fanwege syn frou eigener fan 1/4 fan stim 31 fan Beets.

Yn 1730²⁷⁷ wurdt Teye Libbes fâd oer de bern fan Tiebbe Sjoerds, húsman te Beets.

- Wimke Libbes, tr. foar 1719 Yde Gerckes, winkelman en bijker op 'e Sweach 1749.

Op 26 febr. 1719 docht sy belidenis op De Sweach en wurdt hy op belidenis doopt.

Ile. Jacob Bouwes, boer te Olterterp, op Lauswoldt 1654, '65, wierskynlik stoarn 1665/66, tr. 1. om 1625/30 hinne N.N., grif in Tjepkjen; tr. 2. tinklik yn 1634 Ancke Hendricxdr, widdo fan Tako Syttes.

Yn 1633²⁷⁸ keapet Jacob Bouwes mieden te Olterterp fan de grytman foar 519 karg.

Yn 1634²⁷⁹ wurde Minne Saeckes en Bruicht Hendricx oansteld as fâden oer de bern fan Tako Syttes by Anke Hendricxdr.

Yn 1636²⁸⁰ keapje Jacob Bouwes en Ancke Hendricxdr 1/12 fan Take Syttes pleats te Olterterp mei 1/9 fan de huzing, sa't ferkeapster fan Jan Jansen en Jouck Cornelisdr kocht hie, fan Bon Goeyttiedr foar 241 goudg.

Yn 1640 binne Jacob Bouwes mei syn frou en styfbern brûkers en eigeneren fan stim 2 fan Olterterp.

Yn 1644²⁸¹ keapje Jacob Bouwis en Ancke Hendryxdr foar 1/4 en 1/12 en Minne Sakis as fâd oer de bern fan Take Syttis by dyselde Ancke Hendryx foar 3/4 min 1/12 in rinte fan 37 st. út harren pleats te Olterterp fan de widdo fan Alle Wblis c.s. foar 37 phg.

Yn 1645²⁸² keapje Jacob Bouwes en frou 4 1/2 mêd mieden yn Bexterwarren fan Sako Fockens yn ruil foar 12 roeden fean yn De Hemrik.

Yn 1651²⁸³ keapet Jacob Buues 1/2 fan 4 1/2 mêd mieden yn Bexterwarren, mandelich mei keaper, fan syn frou Antie Hendricx yn ruil tsjin 1/2 fan 1/4 en 1/2 fan 1/12 fan in sate te Olterterp.

Tegearre hiene Jacob en Ancke gjin bern en sy weroarderden ûnderling it besit fan harren eardere oankeapen. Soks sjocht men net faak. Sy hawwe de transaksje netsjes proklamearje litten, frij wat yn kontrast dus mei de praktiken fan Baarte Meines (IIIC.1).

Yn 1651²⁸⁴ keapje Minne Sakes en Jacob Buues in hûs op de eastein fan De Sweach fan de erven fan Goytse Wytseys foar 121 goudg. Doarpsrjochter Jan Jansen protestearret fanwege syn foardering op ferkeapers.

Yn 1664²⁸⁵ keapet Jacob Bouwes, op Lauswoldt op De Sweach, 2 mêd healân te Beets fan Abelus Andreae, notaris te Eastermar, c.s. foar 469 goudg. Yn 1664²⁸⁶ is Jacob Bouwes op Lauswolt 469 goudg. skuldich oan notaris Abelus Andreae en Annechien Peters Stuyffsant te Eastermar en Freerck Gosses en Ceelie Andriesdr yn Noarderdrachten fan de keap fan 2 mêd lân te Beets.

Yn 1665²⁸⁷ (registrearre 1673) ferklearret Jacob Bouwes op Lauswolt ûnder De Sweach dat er 50 goudg. skuldich is oan de diakens dêr, hokker bedrach hy 'eerlijk ende vroom' werombetelje sil. Yn de marzje: Jan Jacobs hat yn 1666 4 goudg. rinte foldien; yn 1671 is mei 8 goudg. de rinte fan fjouwer jier foldien. Yn 1695 ûntfangt de diakonij 8 karg. 16 st. fan Jan Gosses yn mindering op de skuld fan Jakop Bouwes.

Yn 1666²⁸⁸ keapje Syger Jannes en Siouck Wytseysdr op De Sweach in hûs oan de noardkant fan de strjitte dêr fan Jacob Bouwes foar 1/2, Syte Taeckes fanwege syn bern by Jantien Roolefs en Rints Roolefsdr foar 1/8 en Syte Taeckes, Tidger Oedtses en Geucke Jelckes as fâden fan it bern fan Bouwe Minnes en Taeckien Taeckes foar 3/8 foar 95 karg. It weesbern mei syn oanpart ynlosse as er 16 jier wurden is.

Yn 1669²⁸⁹ keapet Liebbe Euwes 2 pm en omtrint 2½ mêd yn Bexterwarren fan Jan en Frerick Jacobsz foar 105 goudg.

Sa om 1677²⁹⁰ hinne wiene de fâden fan de soan Teecke fan Bouwe Minnes 14 st. kwyt oan Steven Jans foar harren oandiel yn 'verteringe met Jacob Bouwes sonen gedaen doen sij bij malcanderen waren om't wese huis op't oost van de buire'.

Dat betreft sûnder mankearen de mienskiplike oankeap fan 1651 (en ferkeap fan 1666). De notysje makket it wierskynlik dat Steven Jans (IIIA.3) doe kastlein wie. Mar boppedat mei dêrmei no ek konkludearre wurde dat Jacob Bouwes fan Olterterp deselde man is as dy fan Lauswolt.

Yn 1709²⁹¹ keapet Baarte Meynes Nijholt op De Sweach 1/8 plus 1/16 sate, mienskiplik mei keaper en brûkt troch Tijs Uytseys, op de eastein fan De Sweach, Loueswolt neamd, mei rjocht fan twa stimmen, mei miedlannen, feanen en fjilden, útsein it 1/8 part fan de beammen fan mei-ferkeapster Tziepck Jans dat hy folle earder al fan har kocht hie, en fan har 1/8 part fan de feanen dat sy hâldt, kocht fan Tziepck Jans, frou fan Andries Fransen Jennema, op it Jonckersland ûnder Koartsweagen, foar 1/8 en fan Tziepck Freercx, frou fan Jan Gosses, te Twizel foar 1/16; it 1/8 foar 500 karg. en it 1/16 foar 250 karg.

De diakens fan De Gordyk, dy't Sjouck Jeens ûnderhâlde, ferklearje dat sy ferskate betellings dien hat oan ferkeapster Tziepck Jans en har broer Bouwe Jans silger en dat sy dus jild útstean hie. Sadwaande binne de diakens fan betinken dat de keapsom har takomt. Andries Fransen Jennema is fan oardiel dat op harren protest gjin acht slein

wurde moat om't Sjouck Jeens gjin rjocht jilde litte kin op it ferkochte en de diakens noch folle minder. Yn 1716 (!) ferklearje de diakens dat sy harren eask falle litte op grûn fan it akkoart earder dat jier oer harren foardering mei ferkeapster. Yn gefal dat sy de barde penningen 'bij onverwachten voorval weder moeten restitueren' dan sil harren protest wer fan kracht wêze.

De diakens hawwe de ferkeap leafst sân jier opholden.

Ut it earste houlik:

1. Jan Jacobs Lauswolt, folget IIIe.
2. Freerck Jacobs, folget IIIf.

IIIe. Jan Jacobs Lauswolt, mûnder en bakker te Sint Nyk, stoarn nei 1673, tr. (earste prokl. Koartswwegen 8 febr. 1658) Siouck Jeens, tinklik doopt Koartswwegen (tagelyk mei har broer Claes) 4 juny 1654, stoarn (De Gordyk) nei 1709, dochter fan Jeen Claeses en Antie Bonnedr; sy tr. 2. Koartswwegen 26 jann. 1679 Jacob Coerts, stoarn foar 1693.

Yn 1664²⁹² keapje Jan Jacobs van Lauswolt en Siouck Jaens in 'wintmoelen met de huisinge ende stee'de' c.a. te Sint Nyk mei ek it bakkersark sa't ferkeaper brûkt fan Jan Clasis foar 850 goudg.

Yn 1664²⁹³ liene Jan Jacobs, no te St. 'Lycklesga', en Siouck Jeensdr 50 goudg. fan Freerck Bouwes en Antie Heerckedr. De akte is yn 1673 yn Opsterlân registrearre, lykas trije dagen earder twa oankeapen dêr fan Jan Jacobs yn boelgoeden.

Yn 1666²⁹⁴ keapje Isack Himckesz en Anthie Annedr 'tot Oenieterp' in wynmûne mei huzing te Sint Nyk fan Jan Jacobs Lauswolt en frou foar 1105 goudg.

Yn 1666²⁹⁵ stelt Jan Jacobs Lauswolt, 'wonende op Mr: Blau', him boarch foar in liening fan (skoanbroer) Claes Jeens te Skarsterbrêge.

Yn 1693²⁹⁶ keapje Saeke Goytsis en Antie Jeens te Wijngaarden 2/7 parten fan û.o. in feanpleats te Koartswwegen dat ferkeapers erfd hiene fan Jeen Tziebbes, fan Wyb Jeens, frou fan Sytse Giels, en Siouk Jeens, lêst widdo fan Jacob Coerts, foar 700 karg. Bouwe en Aeltie Freerx as erfgenamten fan harren heit Freerck Bouwes protestearje fanwege harren foardering op Siouk Jeens.

Ut dit houlik:

1. Tjepkjen Jans Lauswold, fan De Gordyk, tr. (att. fan De Gordyk 15 maaie 1692) Andries Frans Jen(t)jema, fan De Hommerts, doopt Drylts 12 nov. 1654, mr. timmerman op De Gerdyk, tinklik stoarn Beetstersweach 1721, soan fan Frans Andriesz Jeniema, froedsman te Drylts, en Carstintie Tammeri Poutsma.²⁹⁷

Yn 1703²⁹⁸ liene Anderis Fransen Jenjema, mr. timmerman op De Gerdyk, en Tjepckien Jans Louswolt 100 karg. fan lekkenkeaper Hendrik Jans en Trijntie Jelles. Tjepckien stelt har achtste part fan de sathe Louswolt as ûnderpân, tsjûgen binne Isaacus en Tammerus Poutsma.

Op 6 maaie 1721 tekenet Typck Jans, frou fan Andries Fransen, foar ûntfangst fan 11 karg. fan de diakonij fan De Sweach foar begraffeniskosten.

- Dopelingen op De Gordyk: Cristina 30 april 1693, Jan 24 nov. 1695.
2. Bouwe Jans, lidmaat Beetstersweach 1677, stoarn 5 juny 1696, gjin bern.

III. Freerck Jacobs, tr. foar 1667 Wisk Alberts, fan Beetstersweach, doopt Jistrum 3 april 1643, dêr stoarn 1674/78, dochter fan Albert Hendricx en Saeck Sioerts.

Op 27 april 1667 docht Freerck Jacobs te Jistrum belidenis, syn frou Wisk Alberts komt dêr mei attestaasje fan De Sweach oan per 27 maaie 1667; sy binne dêr lidmaat 1674, hy as widner 1678.

Ut dit houlik:

1. Tjep Freerks, tr. Droegeham 5 april 1691 Jan Gosses, stoarn Bûtenpost 1724.

Jan en Tjep dogge belidenis Jistrum 24 maaie 1695, mei attestaasje nei Twizel 21 nov. 1700, fan dêr nei Bûtenpost 30 april 1717.

Yn 1718 is Jan Gosses boer op stim 40 fan Bûtenpost, yn 1728 buorket syn widdo dêr.

Yn 1721²⁹⁹ keapet Jan Gosses, húsman te Bûtenpost, 2 pm boulân dêr fan Pieter Gosses foar 34 goudg.; yn 1729³⁰⁰ keapet syn widdo Tiesck Freerx 3 pm bou dêr, foarhinne brûkt troch Jantje Freerx, fan Hendrik Wates foar 70 goudg. De rogge sil troch keapster en ferkeaper, elts foar de helte, rispe wurde. Yn 1742³⁰¹ keapet Tjepkien Freerks, widdo fan Jan Gosses, in hûs c.a. te Bûtenpost fan Atze Jans en Grietie Ubles foar 220 karg.

Op 4 april 1724 ûntfangst troch de diakonij fan Bûtenpost fan 2 karg. 2 st. fan de kollekte by de begraffenis fan Jan Gosses. Earder dat jier binne ek dy syn soantsje en dochter dêr stoarn.

Dopelingen te Jistrum: Gosse 1692, [Janke] '93, Wisk '97; te Twizel: N. 1705.

2. Soan/dochter, ûnderhouden troch de diakonij fan Jistrum 1698.

Jelle Jans

Ig. Jelle Jans, lekkenkeaper te Beetstersweach, stoarn 1649/50, tr. (om 1595 hinne of oars) foar 1622 Bauck Syttedr.

Yn 1600³⁰² sil Coop Lourens 6 karg. betelje oan Jelle Jans fan lekken.

Yn 1600³⁰³ sil Syte Takes oan Jelle Jans betelje fan lekken.

Yn 1600³⁰⁴ sil Aucke Jelles oan Jelle Jans binnen 14 dagen 9 karg. betelje fan oan syn heit levere lekken.

Yn 1601³⁰⁵ Tonis Jacobs kontra Jelle Jans om 12 karg. fan keap fan lekken.

Yn 1602³⁰⁶ Jelle Jans laeckencooper fanwege syn frou kontra Auck Wytiedr, frou fan Syte Bruins. Auck moat, foar safier't hja erfgenamt is fan har heit Wyte Hayes, Jelle 150 nije hússpannen leverje.

Yn 1603³⁰⁷ Jelle Jans fanwege Tonis Jacobs kontra Jacop Arents oer betelling foar in hynder dat Jacop foar 21 daalders fan Tonis kocht hie.

Yn 1606³⁰⁸ is Claes Lebbes 37 st. skuldich oan Jan Jansen lekkenkeaper en Claes Philippus 60 karg. oan Jelle Jans fan lekken.

Yn 1608³⁰⁹ sil Oets Oetses Jelle Jans it helle lekken betelje.

Yn 1610³¹⁰ is Jelle Jans neistlizzer fan in hûs oan de súdkant fan de Heerewech.

Yn 1611³¹¹ sil Peter Syrdts binnen 14 dagen Yelle Yans lekkenkeaper betelje.

Yn 1620³¹² sil Harmen Jans oan Jelle Jans 70 karg. betelje foar in fet bist en helle lekken.

Yn 1621³¹³ Reytye Gaeuckes en ek Jochum Jochums kontra Jelle Jans om betelling fan 11 resp. 63 karg. foar helle lekken.

Yn 1621³¹⁴ protestearret Jelle Jans, laeckencooper, by in ferkeap troch Pyter Syerts en Rompt mei wa't hy noch wat te ferrekkenjen hat.

Yn 1622³¹⁵ is Jochum Jouckesz 65 karg. skuldich oan Jelle Jans fan helle lekken.

Yn 1622³¹⁶ keapje Jelle Jans en Baeuck 2 mêd mieden yn Bexterwarren fan Jan Janssen te Weinterp foar 91 phg.

Yn 1623³¹⁷ wurdt boelguod holden troch Halbe Jouckes op fersyk fan dy syn krediteuren; ûnder harren Jelle Jans, lekkenkeaper op De Sweach.

Yn 1626³¹⁸ keapje Johannes Martini, notaris, en Taetske Siercxdr op De Sweach in hûs dêr fan Gielt Wlckes en Mints Mintsedr foar 399 phg. Sibben Jelle Jans en Baeuck Syttedr wolle de keap oernimme.

Yn 1626³¹⁹ sil Roeloff Jochums oan Jelle Jans 6 karg. betelje fan lekken.

Yn 1626³²⁰ ferklearje Jan Pieters Schaeffbanc, wenjend 'tot Leyen', en Jelle Jans, lekkenferkeaper op De Sweach, dat sy koartlyn wurden 'tot elck anders naedeel ende quetsinge' sprutsen hawwe mar dat wie te hastich, út 'overloopen des montts' en net miend en sy witte fan mekoar oars net as frommens. Tekene troch Jan Peterse Safbanck, Jelle Janssz en Jan Janssen d'junge, dorprechter tot Bextersuaech.

Yn 1635³²¹ Jelle Jans, lekkenkeaper op De Sweach, kontra Tiebbe Liebbes te Sigerswâld.

Yn 1635³²² liene Boocke Sybes en Jel Feddedr te Selmien 100 phg. fan Jelle Jans en Bauck Syttiedr, lekkenkeapers op De Sweach.

Yn 1637³²³ keapje Jelle Jans en Bauck Syttedr, boargers en lekkenkeapers op De Sweach, 3 mêd mieden fan Cornelis Wessels, mûnder, en Tyets Syttiedr foar 26 phg. it mêd.

Yn 1642³²⁴ keapet Jelle Jansz op De Sweach 1 en 1/2 mêd mieden yn Bexterwarren njonken syn eigen lân fan de erven fan Jacob Hendryx foar 100 karg., en fan Thonis Reytyes en Wyts Jansdr te Weinterp foar 100 daalders en in 'crage laeken'.

Yn 1642³²⁵ keapet Jelle Jans op De Sweach 1/2 mêd mieden yn Bexterwarren oan syn eigen lannen fan Wyts en Luits Jelckedrs mei harren mannen foar 50 phg.

Yn 1645³²⁶ keapet Jelle Jans, lekkenkeaper, 2 mêd mieden te Beets foar 110 goudg. it mêd.

Yn 1649³²⁷ lit Jelle Jans, lekkenkeaper op 'e Sweach, in foardering út 1636 fan 100 phg. fan him en Bauck Sytsedr op Luytien Beerns en Mette Bouwedr registrearje.

Yn 1650³²⁸ ferklearje Liebbe Liebbs en frou te Weinterp dat hja 100 goudg. skuldich binne oan Willem Jelles, lekkenkeaper op 'e Sweach, liend fan syn heit Jelle Jans.

Ut dit houlik:

1. Jacob, folget IIg.
2. Michiel, folget IIIh.
3. Jan, folget IIIi.
4. Willem, folget IIj.

IIg. Jacob Jelles, tr. om 1625/30 hinne Abeltien Pyttersdr.

Yn 1651³²⁹ oerleit Michiel Jellis, mr. goudsmid te Hearrenfean, in rekken fan syn fâdjij sûnt 2 maaie 1649 oer de twa bern fan Jacob Jellis en Aebeltien Pyters yn bywêzen fan harren omke Willem Jellis. Fêstgoed: 6 mêd mieden, mienskiplik mei Michiel. Der is in foardering út 1631 fan 35 karg. op Tierck Michiels te Boarnburgum.

Yn 1653³³⁰ jitris in rekken troch Michiel Jelles fan syn fâdjij sûnt 1651 oer de twa bern fan Jacob Jelles en Abeltien Pyttersdr, de jongste bystien troch har omke Willem Jelles. Op 1 maaie 1649 kaam de wezen 1507 karg. ta, no hawwe hja in foardering op de neilittenskip fan Jelle Jans, ien fan 150 karg. op Jan Jelles en ien fan 35 karg. op Tierck Michiels. Aldste dochter Rickien Jacobs is frou fan Aebe Takes.

Yn 1655³³¹ oerleit Michiel Jelles, goudsmid te Hearrenfean, de ôfrekken fan syn fâdjij oer Swaentie Jacopsdr, no frou fan Joannes Bondaeus, yn presinsje fan Willem Jelles.

Ut dit houlik:

1. Rickien Jacobs, stoarn Hearrenfean 1 sept. 1665, tr. Hearrenfean 13 maart 1653 Abbe Takes. Hy tr. 2. Hearrenfean 17 juny 1666 Doekeltie Jans Verwouw.

Abbe Taekis en Richtie Jacobs dogge belidenis Hearrenfean 14 july 1653.

Dopelingen te Hearrenfean: Jacob 1654, Jacob '55, Swaantje '60.

2. Swaentie Jacobs Lauwswoldt, tr. 1655 Johannes Bondaeus, notaris, soan fan Goswinus Bondaeus, predikant te Burdaard, en Aeltie Heeres.

Aeltie Heeres, widdo fan ds. Goswinus Bondaeus, predikant te Burdaard en Jannum, komt mei attestaasje per 4 okt. 1668 fan Ljouwert nei Hearrenfean, dêr stoarn 6 febr. 1670.

Johannes Bondaeus, notaris, en Swaentie Jacob Jellis Lauwswoldt komme mei attestaasje per 10 des. 1658 fan De Sweach nei Hearrenfean en per 3 okt. 1675 fan Ljouwert nei Hearrenfean.

Iih. Michiel Jelles, fan Beetstersweach, goudsmid te Hearrenfean, dêr stoarn 11 sept. 1656, tr. Ljouwert 16 febr. 1631 Sijke Heeres Jellema, dochter fan Heere Jellema, notaris te Kollum, en Aelcke Tiercx.³³²

Michiel Jelles, goudsmid, en Zijke Michiels binne yn 1636 lidmaat te Hearrenfean, sa ek yn 1648; hy is as âlderling dêr stoarn 11 sept. 1656. Op 9 des. 1665 krije Sijke moey en har dochter Aelke Michiels attestaasje nei Amsterdam.

Yn 1650³³³ lient Girbe Broers te Sigerswâld 200 phg. fan Michiel Jelles en Sijke Heredr op It Feen.

Ut dit houlik:

1. Jan Michiels, goudsmid te Hearrenfean, docht belidenis 5 febr. 1657, diaken, stoarn oan de pest 12 sept. 1665, tr. in suster fan Acke Jans.
Yn 1661³³⁴ keapet Jan Michiels in hûs te Hearrenfean fan syn mem Seickje Heeresdr, widdo fan Michiel Jelles, foar 200 goudg.
2. Aaltje Michiels Lauswolt, doopt Hearrenfean 4 febr. 1644, tr. Boalsert 4 sept. 1670 Rintie Takes Hallinga, fan Bolsward, berne om 1644 hinne, brouwer, widner fan Antje Agges, soan fan Taecke Rinties, jernkeaper, en Martien Aernts.
Op 2 maart 1660 wurdt Jacob Stevens oansteld as fâd oer Rintie Taeckes Hallinga, yn syn 17de, jongste bern fan Taecke Rinties, jernkeaper, en Martien Aernts te Boalsert. Rintie krige foar 20 july 1663 venia aetatis.
Dochter Martien 1671.
3. Baukjen, doopt Hearrenfean 16 nov. 1645.

Iii. Jan Jelles, tr. foar 1635 Syouck Hidsersdr, dochter fan Hidser Foeckes en Syts Jansdr.

Yn 1612³³⁵ keapje Hidsser Foeckes en Syts in pleats te Terwispe fan Siurt Meynts en frou foar 490 phg.

Yn 1635³³⁶ keapje Jan Jelles en Siouck Hidsersdr en Jan Hidsers 3 mêd mieden, mienskiplik mei keapers, fan Foecke Hidsers foar 400 phg.

Yn 1638³³⁷ keapje Jan Jellis en Siouck Hydserdr 2 deimêd mieden yn de Coldehorne fan Sybren Tijsses en frou foar 227 phg.

Yn 1641³³⁸ Jan Jellis fanwege syn frou, fanwege (de erven fan) Hidser Fookis en Syts Jansdr, en fierdere krediteuren fan Heyntie Meynts kontra dy syn widdo en erven.

Yn 1652³³⁹ keapje Jan Jellis en Syouck Hidsersdr 2 mêd mieden te Beets fan Gyrb Bauckis, mei fanwege syn bern, foar 175 goudg.

Ut dit houlik:

1. Hidser Jansen Lauswolt, mr. goudsmid, fan Beetstersweach, stoarn nei 1697, tr. 1. Hearrenfean 23 febr. 1667 Maria Jans Coppens, docht belidenis Hearrenfean 19 sept. 1661; tr. 2. Hearrenfean 3 okt. 1679 Eelkjen Pytters, doopt Snits 24 nov. 1650, stoarn 1685/86, dochter fan Pieter Focklis en Fockjen Hendricks; tr. 3. Snits 26 april 1691 Jancke Cornelis Pophornstra, belet Snits 6 maaie 1702, widdo fan

Jurrien Hendricks van der Horst, dochter fan Cornelis Pyters en Nank Baukes Teppema te Ysbrechtum.³⁴⁰

Op 2 des. 1666 wurdt Hidsertt Jans lidmaat te Hearrenfean.

Yn 1686³⁴¹ regelje beppe Fockjen Hendricks, lêst widdo fan de skepen Wyger Jansen Ysinga, en oantroude omke skepen Age Binsis Looxma fan Fockjen Hidserts Lauswolt, dochter fan Hidsert Lauswolt, mr. sulversmid te Snits, by Eelckjen Pyters in skieding mei de heit. It bern krijt 2900 karg. mei, in dozyn sulveren leppels mei letters en wapens fan Eelckjen, mei-elkoar 36½ lead, in string bloedkoralen ensfh.

Ut it earste boask:

- Sara, doopt Hearrenfean 6 okt. 1667.
- Sjoukien Hidserts Lauswolt, doopt Hearrenfean 16 jann. 1670, tr. Snits 20 sept. 1691 Johannis Johannis Faber.
- Lucretia, doopt Hearrenfean 10 des. 1671.

Ut it twadde boask:

- Jan, doopt Hearrenfean 29 july 1680.
- Fockien Lauswolt, doopt Hearrenfean 22 jann. 1682, tr. Snits 8 maart 1705 Jan Coppens, fan Ljouwert.
- Janneke, doopt Snits 14 maaie 1684.
- Jan, doopt Snits 15 july 1685.

Ut it tredde boask:

- Nanke, doopt Snits 16 febr. 1692.
2. Jacob Jans Lauswoldt, mr. koekebakker, stoarn foar 1697, tr. Ljouwert 7 des. 1673 Grietje Stevens.

Yn 1715³⁴² ferkeapje Claes Jillis Hulshuis, skriuwer fan in kompanjy te foet, en Bauckien Lolkes Hommema in hûs oan de Grote Kerkstraat te Ljouwert oan Grytie Stevens, widdo fan Jacob Jansen Louswolt, mr. koekbakker, foar 725 goudg.

Ut dit houlik:

- Jan Jacobs, libbet 1697.
3. Jelle Jans Lauswolt, eksekuteur fan Opsterlân, wenjend te Beetstersweach, dêr stoarn 28 febr. 1688, tr. Zuidwolde (prokl. Grins 26 jann. 1678) Ida Beerents Stockreef, stoarn nei 1713. Sy tr. 2. Dirk Hessels Indius, sjirurgijn, docht belidenis Beeststerzwaag 20 nov. 1692. Beide binne dêr yn 1707 lidmaat.

Yn 1677³⁴³ keapet de eksekuteur Jelle Jans Lauswolt in hûs oan de strjitte op De Sweach foar 597 goudg.

De eksekuteur Jelle Jans en Ida Beerents binne lidmaten op De Sweach 1677, hy is stoarn 28 febr. 1688.

Op 9 maart 1688 ûntfong de diakonij fan De Sweach 1 karg. 8 st. fan de widdo fan 'Jelle Jans exkuiteer' fan hier fan it lekken.

Bern (doopt te Beetstersweach):

- Sjouck Jelles Lauswold, docht belidenis Beetstersweach 2 maaie 1697, tr. Snits 31 maaie 1705 Gerben Ferdinants, tinklik doopt Snits 25 aug. 1678, mr. kistmakker dêr, soan fan Ferdinand Christyaens en Antje Maurus.

- Anna, 21 aug. 1681.

- Anna, 5 nov. 1682.

- Jan Jelles, 13 jann. 1684, stoarn 1713.

Ut it diakonijrekkenboek fan De Sweach 21 des. 1713: 'heb ijck van Eijtije Durcks ontfangen dije somme vijtiig karolij guldens heerkoomendije van har ooverleeden soon IJan IJelles dat heij beij sijn leeven aen dije armen van Beetsterswagh besprocken het en ijn het testement besprocken ijs'.

- Beerent, 9 okt. 1687, stoarn 30 okt. 1687.

4. Sytske Jans Lauswolt, stoarn De Sweach 3 nov. 1704, tr. mr. Romcke Annes, doarpsrjochter, skoalmaster 1650 en oargelist te Deinum, dêr stoarn 1680, widner fan Aeltje Frieses en fan Wimcke Wybes (tr. 1672), soan fan Anne Harckes, skoalmaster te Deinum 1630-'50.

Yn 1681³⁴⁴ oerleit Sietske Jans, widdo fan mr. Romcke Annes, skoalmaster te Deinum, in rekken fan syn fâdij oer Bauck, dochter fan Tjeerd Tjallings en Syouck Romkes (*dochter fan Romke Iepes en Sietske Piebes te Deinum*)³⁴⁵ te Eastermar. Sytske Jans komt mei attestasje per 15 maaie 1681 fan Deinum nei De Sweach. Yn 1683³⁴⁶ liene Saecke Tietses, mûnder te Sumar, en Tzimck Rinnerts 300 karg. fan Sytske Jans Lauswolt, widdo fan mr. Romcke Annes, te Beetstersweach.

Op 17 sept. 1697³⁴⁷ makket Sytske Jans, widdo fan mr. Romcke Annes, op De Sweach har testamint. De klean legatearret sy oan Siouckien Hidsers, frou fan Johannes Johannes Faber, en har jongste suster Foockien Hidsers; har bêd oan Siouckien Jelles Lauswolt dy't by har wennet en 50 karg. oan de diakonij. Erfgenamten wurde har broer Hidserd Jans Lauswolt, mr. sulversmid te Snits, foar 1/3, Jan Jacobs, soan fan har broer Jacob Jans by Grytie Stevens, foar 1/3 en de twa bern Siouckien en Jan fan har broer Jelle Jans Lauswolt, eksekuteur fan Opsterlân, foar 1/3. Siouckien Jelles mei foar 600 karg. har hûs oernimme. As de bern by har ferstjerren noch minderjierrich binne dan winsket sy dat Claes Jochems Idsarda as fâd de belangen fan de bern fan Jelle Jans beherticht en notaris Jacobus Sinnema dy fan de soan fan Jacob Jans. It testamint is yn 1706 ta registraasje oanbean troch Siouckien Jelles, frou fan Gerben Ferdinants, mr. kistmakker te Snits.

- Iij. Willem Jelles, lekkenkeaper op De Sweach 1653, foar it neist stoarn 1667/71, tr. om 1635 hinne in dochter fan mr. Baucke Cornelis en Anne Wybedr te Aldeboarn.

*Mr. Baucke Cornelis libbe, en leit begroeven, te Aldeboarn. Hy hie fjif bern, Boote, Wyck, frou fan Hylke Elerts, Jan, Cornelis en noch in dochter en letter wiene der fjouwer bernsbern: Cornelis Hylckes Eekoma, Antie Jans, Cornelis Cornelis en Jacob Willems.*³⁴⁸

Boote Bauckes hat gjin bern neilitten en syn fjouwer omkesizzers waarden syn erven:

Yn 1669³⁴⁹ keapet Cornelis Hylckes te Aldeboarn 1/4 fan 9 koosgers yn Iickama fenne en fan 21 mêd healân, ferkeapster oanerfd fan har omke Boote Bauckes, fan Antie Jans, frou fan Ane Anes, foar 1000 goudg.

Yn 1671³⁵⁰ keapet Antie Jansdr, frou fan Ane Anes te Aldeboarn 1/4 fan in reiddutsen hûs yn de tsjerkebuorren, mienskiplik mei keapster, dat ferkeaper erfd hie fan syn omke Boote Bauckes, fan Cornelis Hylckes dêr foar 80 goudg. En yn 1674³⁵¹ keapet sy 1/2 hûs oan de Kerkstraat dêr't sy de oare helte fan besit fan Kornelis Kornelisz te Akkrum foar 1/4 en Jacob Willems op De Sweach foar 1/4 foar 200 karg.

Yn 1721 sil ek neef Cornelis Eekoma weireitsje sûnder bern nei te litten. Sjoch ûnder Rinske Jacobs Lauswolt.

Yn 1652³⁵² liene Pytter Goytses en Aet Jansdr te Olterterp 100 karg. fan Willem Jelles, lekkenkeaper op De Sweach. Yn 1653³⁵³ liene Frerick Wytzens en Rints Gauckedr op De Sweach 40 karg. fan lekkenkeaper Willem Jelles dêr. De akte wurdt yn 1667 troch Willem oanbean foar registraasje.

Jan en Willem Jelles binne yn 1663 neistlizzer te Beets (sjoch IIa.5).

Ut dit boask ien soan:

1. Jacob, folget IIIg.

IIIg. Jacob Willems Luuswolt, te Beetstersweach 1674, tr. om 1665/70 hinne Trijntie Sybrens, tinklik stoarn yn Noardwâlde. Sy tr. 2. Dokkum 15 okt. 1682 Casparus Gerbens Framrick, fan Amsterdam, widner fan Marijke Jans Schinck en fan Antie Jans Eisma.

In 1674³⁵⁴ wurdt fanwege een kwestje dy't al yn 1655 spile tusken easker Sibrant Saeckes en Reinier Casenbroot en Quintijn de Veer by dekreet 21 roeden fean te Noardwâlde ferkocht. Keapers wurde mei in heechste bod fan 450 phg. Aeltie Sibrants te Noardwâlde, Jacob Willems Luuswolt op De Sweach en Siouckien Sibrandts oan it Vliet te Ljouwert.

Yn 1682³⁵⁵ wurde Cornelis Cornelis te Akkrum fan heitekant en Walle Lieuwis op De Sweach fan memmekant oansteld as fâden oer de bern fan Jacob Willems silger by Trijntie Sybrens.

Walle Lieuwes, kûper, en Froukje Sybrants binne yn 1677 lidmaten op De Sweach en fertrekke yn 1684 nei Noardwâlde. Sy rekke dêr wei 5 maart 1734.

Yn 1683³⁵⁶ meitsje Cornelis Cornelis te Akkrum en Walle Lieuwes op De Sweach as fâden oer Meckien en Rinske, de bern fan Jacob Willems, in skieding mei harren mem Trijntie Sybrens dy't op 'e nij troud is mei Casparus Gerbens Fraemrick. De skuld fan 300 karg. by Freerk Bouwes komt op konto fan de bern, dat jild wie al troch harren pake opnommen.

Yn 1698 en 1708 binne de erven fan Jacob Willems eigeners fan 4 skar (in seisde part) yn stim 50 fan Aldeboarn. De pleats wie yn 1640 eigen oan mr. Baucke en Pier Cornelis, Claes Jurriens en Eelcke Symens.

Ut dit houlik:

1. Metjen (Meckien) Jacobs, stoarn as widdo Noardwâlde 1717, tr. om 1690/95 hinne Lourens Jacobs.

Yn 1698 is Laurens Jacobs boer op stim 47 fan Noardwâlde.

Op 11 juny 1717 wurde mr. Hans Sakes en Gabriel Weerman te Noardwâlde oansteld as fâden oer de minderjerrige Roelof, omtrint 20, Claes, omtrint 15, en Gretjen, omtrint 9, oerienkomstich it testamint fan harren mem Metjen Jacobs, widdo fan Lourens Jacobs, te Noardwâlde.

Ut dit houlik:

- Jacob Lourens, boer op stim 47 van Noardwâlde 1728.
- Sybren Lourens, stoarn Noardwâlde 10 nov. 1736, tr. foar 1730 Hiltje Jacobs.
- Roelof Lourens, berne om 1697 hinne, stoarn Noardwâlde 16 okt. 1733, tr. dêr 14 juny 1733 Eltjen Klazen.
- Claes Lourens Bovencamp, berne om 1702 hinne, tr. 1. 1729 Aeltien Rommers, fan Aldeboarn; tr. 2. (att. fan Aldeboarn 23 okt. 1731) Aaltje Rimmerts Drachstra.
- Gretjen Lourens, berne om 1708 hinne, te Amsterdam 1737.

2. Rinske Jacobs Lauswolt, stoarn Stienwyk maart 1737.

Yn 1728 is Rinske Lauwswolt eigener fan stim 54 en fan de helte fan stim 71 fan Aldeboarn. Cornelis Hylkes wie yn 1698 eigener fan stim 54 en fan 1/4 fan stim 71.

It liket derop, in Lauswoltfamke yn Stienwyk mei royaal pleatsebesit yn Aldeboarn. Rinske wie mei-erfgenamt wurden fan heite neef Cornelis Hylkes Eekoma, al hie it wat fuotten yn ierde hân om it safier te krijen.

Yn 1721³⁵⁷ wurdt te Aldeboarn de neilittenskip beskreaun fan Cornelis Hylkes Eekoma op oanjefte fan widdo Dirckien Jans, op fersyk fan syn neiste sibben en op kosten fan 'dewelke bevonden sullen worden des selfs erfgenamten te sijn'.

De sekretaris hat der knap wat wurk fan hân om alle âlde famyljepapieren te notearjen. Yn 1722³⁵⁸ Rinske Jacobs Lauwswoldt te Stienwyk kontra Ate Anis te Leens yn Grinslân en Mueyke Anes, widdo fan Ysbrandt Jouckes, te Ljouwert, mei fanwege harren healbroer en –suster, foar de helte erfgenamten fan Cornelis Hylckes, húsman te Aldeboarn, en Meynert Cornelis, húsman te Akkrum, Nieske Cornelis, frou fan Antony Jentjes, te Ljouwert en deselden as kuratoaren fan harren innosente suster Meynu Cornelis, Jan Cornelis, skipper, Teth Cornelis, widdo fan Hette Abes, Hyltie en Heere Cornelis, allegear te Akkrum, Tiets Cornelis, te Ljouwert, en Ytie Cornelis, widdo fan Douwe Hendricks, te Jirnsum, erfgenamten foar de oare helte.

Rinske easket har tredde diel fan de neilittenskip op. By testamint fan 10 april 1721 hie Cornelis Hylckes as erven oanwiisd de bern fan Cornelis Cornelis, húsman te Akkrum, de bern fan Ane Anes, mr. bakker te Snits, en 'NB te Steenwijk, dogh haer naam onbekent hem sijnde', eltse staak foar 1/3. Partijen

binne it al iens dat Cornelis Cornelis folle neef wie fan de ferstoarne, en de frou fan Ane Anes en de mem (sic) fan Rinske beide dy syn folle nichten, mar de tsjinpartij bestriidt dat mei 'NB te Steenwijk' Rinske bedoeld wie. Tsjûgen ferklearje dat Cornelis wolris praat hie oer famylje te Noardwâlde en Stienwyk, dat sy 'van Laaswolds volk' wiene en ek dat syn nicht wierskynlik yn Noardwâlde stoarn wie. It wie harren bekend dat Cornelis net sa goed wie yn it ûnthâld fan nammen. Rinske har eask wurdt tawiisd.

Wannear't de erven yn de jierren dêrop it besit wat oarderje wolle, giet it om nuvere fragminten. Oarsaak is benammen it grutte tal bern, njoggen, fan Cornelis Cornelis (man fan Nies Meynerts fan Nijdam ûnder Grou). Twa foarbyltsjes:

Yn 1726³⁵⁹ keapet Aate Baukes 1/3 plus 5/9 plus 3/6 fan 1/9 fan 1/3 fan 5 en 7 pm loslân te Terkaple en Eagmaryp fan Rinske Jacobs Lauswold foar 1/3 en fan Here, Hyltien en Meindert Cornelis foar 13½ goudg. Fuort dêrop³⁶⁰ keapet Rinske Jacobs Lauswold te Stienwyk 5/9 plus 3/6 fan 1/9 fan 1/3 fan 6 pm en 1 mêd te Terkaple fan Heere, Hyltie en Meyndert Cornelis foar 83 karg.

Troch de oankeap fan Dirckien Jans mei har twadde man fan besit dat noch ôfkomstich wie fan Rinskes heit krije wy it bewiis slutend dat sy ien wie fan Jacob Willems.

Yn 1731³⁶¹ keapet Dirckien Jans, frou fan Ewert Jelles te Aldeboarn, 4 skar yn harren pleats fan Rinske Jacobs Lauswold te Stienwyk c.s. foar 1800 karg.

Yn 1737³⁶² wurdt troch Jacob en Claes Lourens te Noardwâlde, mei fanwege harren broer Sybrand Lourens dêr en suster Grietje Lourens te Amsterdam, opjefte dien fan it fêstgoed, neilitten troch harren muoike Rinske Jacobs Lauswolt, sûnder bern stoarn te Stienwyk yn maart 1737: in pleats te Aldeboarn, reëelnr. 54, 1/2 pleats dêr, reëelnr. 71, en 6 pm loslân yn Terkaple.

sturt en kop

Lykas wol faker sit it fenyn yn it sturtsje. Dat fenyn bestiet dêrút dat it net gau moai genôch is. Ek fan in perioade dêr't kwealik boarnen fan oerlevere binne wolle wy dochs wol graach witte hoe't de tadracht doedestiids wie. Yn de paragraaf oer de pleats is oannimlik makke dat der yn feite fanâlds mar ien Lauswoltpleats wie, soe der no ek mar ien Lauswoltfamylje west hawwe?

In earste oanwizing yn dy rjochting is al oantroffen mei't Willem Jelles (II), soan fan Jelle Jans) as sibbe it near leit op in ferkeap troch Luytsen Beerns, mei fanwege syn bern by Met Bouwes (dochter fan Bouwe Jans, sjoch Ic.2). Dan soe men sizze dat ek Jelle Jans ta dit selskip heart, al wie dat miskien sa ek al wol dúdlik troch syn patronym, berop fan lekkenkeaper en Lauswolt-neiteam. Wy hiene oant no ta gjin weet fan in relaasje fan Jelle mei de Lauswoltpleats mar earder kaam al wol in akte oan 'e oarder dy't dêrop wize kin (sjoch Ic, 1601). In wat sekuerder werjefte dêrfan:

Yn 1601 fersiket Jelle Jans it gerjocht om in útspraak yn syn kwestje oer de hieropsizzing dy't hy dien hat oan Bue Jans en Ferkk Jacobs fan it tredde part fan lannen, huzing en mieden dy't hy brûkt.

Der libben yn dy tiid yn Opsterlân mear manlju dy't Jelle Jans hjitten mar wy kinne der al moai wis fan wêze dat de tsjinpartij ús Bouwe Jans is (grif bystien troch syn skoanheit). Jelle Jans hat de hier opsein fan in part fan de pleats dy't hy brûkt mar wa is dy 'hy'? Dat moat Bouwe wêze, fan wa't wy witte dat hy boer wie, en net Jelle. Mar sa besjoen wurdt dy koarte notysje yn it resesboek ynienen ek begryplik. Dan hierde Bouwe it tredde part fan de Lauswoltpleats dat doe noch besit wie fan syn broer Jelle Jans.

It hiele stel ús bekende Lauswoltmannen wurdt ek in kear bymekear oantroffen:

Yn 1607³⁶³ wol Rompt Siertdr dat út it selskip Fedde Wyerts, Hendric Jentkes, Peter Benedictus, Buue Jans, Jelle Jans en Jan Janssen, Jouke en Saeke Minnesz twa fâden beneamd wurde oer de bern fan Ghieltd Jentkes. Sweager Peter Benedictus (*man fan Trijn Jankedr*)³⁶⁴ bringt nei foaren dat hy lêze noch skriuwe kin en dat oaren, sa as Hendric Jentkes, neier besibbe binne as hy. It gerjocht stelt Hendric Jentkes en Buue Jans oan as fâden.

De earste trije kandidaten binne broer en skoanbroers fan Ghieltd Jentkes en de oaren passe net yn dat selskip, dat sille dêrom sibben fan Rompt wêze. No hie Rompt in soan Buwe en Saeke Minnesz in pakesizzer mei dy ridlik seldsume namme. Earder wiene wy goed holpen troch it patronym 'Jans' dat Jan d'olde, Bouwe en Jelle mienskiplik hiene. En no is it de namme Buwe dy't mienskiplik is by Rompt, de soannen fan Jan en de soannen fan Minne.

Al mei al komme wy dan ta it meast oannimlike oersjoch fan de eardere Lauswoltgeneraasje.

Buwe hat om 1550 hinne libbe yn (de omkriten fan) Olterterp/Beetstersweach.

Bern:

1. Syrdt Bywez.

Yn 1578 is Syrdt Bywez goed foar in oanslach fan 1 karg.

Hy sil de heit west hawwe fan Rompt. Om't Rompt in berop docht op har neven sille der gjin bruorren of susters west hawwe en sil Syrdt dus ien bern neilitten hawwe:

- Rompt Siertdr, tr. 1. Ghieltd Jentkes, stoarn nei 1604; tr. 2. 1607/08 Syte Bruins, widner fan Ancke Wyttiedr.³⁶⁵

Yn 1608³⁶⁶ meitsje Hendrick Jentkes en Buue Jans as fâden oer de bern fan Ghieltd Jentsen de rekken op mei harren styfheit Syte Bruins.

Yn 1608³⁶⁷ sil Baucke Bau(ck)es oan Syte Bruins fanwege syn frou Rompck 72 phg. betelje fan de delfte fan 6½ mêd mieden dat hy fan Syte kocht hie.

Yn 1618³⁶⁸ easket Bon, Wisse Jelle widdo, werombetelling troch Rompt Syerdsdr, widdo fan Gyeldt Jenckes, mei har bern fan de 100 phg. dy't sy yn 1604 fan har lienden. Rompt miende dat dy skuld troch levering fan twa kij en twa hynders al fereffene wie, mar har tsjintwurdige man Sythie Bruynsz hie wol in skuldbekentenis tekene. Sythie hie dêrnei de boel de boel litten en hâldt him no 'fugityff'.

Yn 1642³⁶⁹ keapje Sake Teyens en Ancke Andringa 2/5 fan trije pleatsen te Beets fan Saep en Tyets Andryesdrs mei harren mannen Eynte Lyebbes en Wilt Aethes, foar 2102 goudg. Bouwe Gyelts te Eastermar, mei foar de oare erven fan syn heit Gyelt Jenckes, Folckert Hendryx, mei-erfgenamt fan syn mem Romck Sierts en mei foar har fierdere erven,³⁷⁰ en de erven fan Bouwe Jans protestearje tsjin de ferkeap troch de erven fan Auck Bruynsdr, om't Auck it near lein hie op ferskate ferkeapen fan lannen troch de erven fan Gielt Jenckes c.s. en dy nearlizzings noch net ôfdien wiene. Yn 1653 lûkt Jacop Buues mei foar syn broer Tijs, erven fan Buue Jans, syn protest yn. Ferkeapsters mem wurdt ek oantsjuten as Auck, Andries Ulckes widdo.

Ut har earste boask: Jencke, Buwe, Reyntie, Wytie en Auck Gielts.³⁷¹

2. Jan Buuez, stoarn 1584/85, tr. (Eemke?).

Jan Buwez is yn 1578 goed foar in oanslach fan 1 karg.

Yn 1585³⁷² stelle de skuldeaskers fan Jan Buuez in listke op fan harren foarderings yn bywêzen fan dy syn erven ofwol bern. Marten Martenz hat fanwege syn bern by Wyts Fockedr in foardering út 1569 fan 100 phg., tekene troch Wytte Bruyns en Jan Buues, dêr't Buue Jans yn 1584 3 daalders rinte fan foldien hat. Engbert Sypkez komt 50 phg. ta, de patroan fan Otterdorp hat noch 100 phg. te goede, de erven fan We... Jans toane in foardering fan 200 phg. út 1575, tekene troch Ghyelt Wyttez en Jan Buues, Gerbe Wybez komt 100 phg. ta en Eemke Jans widdo hat in efterstân fan 25 phg.

Jan wie folslein eigener fan Lauswolt en hat de pleats neilitten oan trije bern.

Ut dit houlik:

- Jan Janssen d'olde, folget Ia.
- Bouwe Jans, folget Ic.
- Jelle Jans, folget Ig.

3. Minne Buwes, te Olterterp, tr. Wyts.

Yn 1579³⁷³ liene Menno Buwez en Wyts 50 goudg. fan Saecke Alles en Jouck yn de Suderdrachten.

Yn 1588³⁷⁴ Minne Buwes en Boele Gerbez, beide te Olterterp, as fâden oer de jongste twa bern fan Tysse Sywrts by Anne Poppedr kontra Carste Carstesz Ybes as fâd oer de bern fan Jan Rommerts te Makkingea oer de levering fan lannen.

Bern:

- Saecke Minnes, eigener fan, en dus grif boer op, stim 28 fan Beetstersweach, buorman fan Lauswolt, stoarn nei 1629.

Yn 1640 is Minne Saeckes boer op stim 28 fan 'e Sweach en eigener fan 2/3,

Mints Sakedr, widdo fan Jurjen Willems, eigener fan 1/3. *Wat letter sil Minne de erven fan Mints folslein útkeapje.*³⁷⁵

Yn 1650³⁷⁶ sille Take Molles en Minne Sakes as fâden oer de bern fan Lyckle Molles en Folcu Sakedr by dekreet in pleats yn Terwispe ferkeapje.

Trije bern: Minne, Mints en Folcu Saeckes.

Soan Minne Saeckes tr. 1629 Jouck Claeses.³⁷⁷ Hy en syn (iennichste) soan Bouwe Minnes kamen wy earder (ûnder Iie) ek al tsjin.

- Joucke Minnes, tr. Min Takedr, beide stoarn foar 1628.

Yn 1628³⁷⁸ keapje Reytie Feytties en Waell Sygersdr, Harmen Feyties en Gayts Sybrensdre en Teye Oeges en Jantien Sygersdr 2 mêd mieden of trieschen yn de westein fan Beets yn in stik fan 4 mêd fan Haeck Jouckedr, frou fan Otte Saeckes, foar 414 goudg.

Yn 1628³⁷⁹ sille Saecke Minnes en Feycke Annis as fâden oer it jongste bern fan Joucke Minnes en Min Takedr, beide stoarn, by dekreet 2 mêd mieden of trieschen yn de westein fan Beets yn in stik fan 6 mêd ferkeapje.

Yn 1629³⁸⁰ keapet Michiell Juriens op 'e Sweach 'Take holt camp' te Oltterterp mei Take Syttes bewesten fan Tako Jouckes, Haeck Jouckedr, frou fan Otte Saeckes, en Minne Jouckes, bystien troch syn fâden Feycke Annis en Saecke Minnis, foar 195 phg. Sa gau't er folwoeksen is, mei Minne beslute oft hy it jild of it lân wol.

Trije bern: Tako, Haeck en Minne Jouckes.

Wat is berikt? It wie in foarrjocht om yn 'e kunde te kommen mei, om sa mar ien te neamen, Rinnert Nieholt (IIIC.1) dy't de grytman en sekretaris de hoarnlegers en stimmen fan al syn pleatsen kado joech en dêrneist trije nichten bliidmakke mei in bydrage yn de kosten fan har begraffenis. De ynwenners fan Aldeboarn en Nijeholtprea dy't fan belang binne foar de stúdzje binne moai sekuer yn kaart brocht en sa ek min of mear dy fan Beetstersweach.

En wat skeelt deroan? Fan twa fan de acht bern fan Bouwe Jans (Ic) ûntbrekt noch almar elts spoar en ek it tredde bern fan Jan Janssen d'olde (Ia) is net identifisearre. Der bliuwt dus aldergeloks noch wat wurk oer foar lettere ûndersikers.

Noaten

1 N.L. 1929 kolom 346, N.L. 1930 kolom 120. 2 Tresoar, Argyf Friese Stadhouders (tagong 7) 463. 3 OPS 6 3. 4 OPS 6 29v. 5 OPS 6 117v. 6 OPS 6 183. 7 OPS 7 57v. 8 OPS 6 175. 9 OPS 8 37. 10 OPS 8 245v. 11 OPS 6 3 65. 12 OPS 9 127, 127v. 13 OPS 9 130. 14 OPS 9 137. 15 OPS 11 25v. 16 OPS 11 118. 17 OPS 11 123v. 18 OPS 12 21v. 19 OPS 12 33v, 37, ek 40. 20 OPS 12 47, 103. 21 OPS 106 379; 107 446. 22 OPS 12 93. 23 OPS 12 113v. 24 OPS 12 115, deselde 116. 25 OPS 12 181. 26 OPS 12 231. 27 OPS 12 246v. 28 OPS 12 269. 29 OPS 12 273v. 30 OPS 13 41v. 31 OPS 107 446. 32 OPS 13 123v. 33 OPS 108 60. 34 OPS 13 216v. 35 OPS 167 328, 329. 36 WSW 117 232v (2x), 234, 120, 244; ek 23, 124v, 128, 311, mei tank oan Leo van der Hoff. 37 OPS 106 45. 38 WSW 106 309v. 39 OPS 106 138. 40 OPS 11 85v. 41 OPS 11 198v. 42 OPS 106 179; 45 231. 43 OPS 106 208. 44 OPS 12 278v. 45 OPS 12 113, 118. 46 OPS 45 33, 135. 47 OPS 12 153v. 48 OPS 12 222v, 227. 49 OPS 107 85. 50 OPS 12 270. 51 OPS 13 134v. 52 OPS 13 149v. 53 OPS 107 479. 54 OPS 108 267. 55 OPS 108 551. 56 OPS 165 57. 57 OPS 108 180, 181. 58 OPS 66 [157]. 59 OPS 66 360. 60 OPS 170 432. 61 OPS 119 69. 62 OPS 170 409. 63 HvF 16781 464. 64 OPS 119 752. 65 OPS 170 510. 66 OPS 116 62, 63. 67 OPS 116 313. 68 OPS 172 584. 69 Bb 443. 70 OPS 59 76. 71 HvF 16705 352, 19. 72 OPS 106 19. 73 OPS 11 201v. 74 OPS 12 55. 75 HvF 16496 432, GJb 1987 74. 76 OPS 107 55. 77 OPS 107 331, fierder 107 557 en 13 81v. 78 OPS 112 51. 79 OPS 47 160, 163, 184. 80 OPS 121 528. 81 OPS 13 184. 82 OPS 109 446. 83 OPS 111 523. 84 OPS 113 190. 85 OPS 68 433. 86 OPS 68 448. 87 OPS 68 564. 88 OPS 71 642. 89 OPS 42 168. 90 GJb 2006 26. 91 OPS 117 578. 92 OPS 120 345. 93 OPS 121 126. 94 OPS 121 813. 95 OPS 121 528. 96 OPS 174 893. 97 OPS 77 724. 98 OPS 80 622. 99 OPS 82 890. 100 OPS 131 205. 101 SMA 66 383, 385. 102 OPS 67 102; 68 590. 103 OPS 69 81, mei tank oan Melle Koopmans. 104 SMA 3111, 27; 36 558. 105 SMA 70 349. 106 SMA 69 516; 70 15, 93, ferl. 244. 107 OPS 130 13. 108 WSW 57 48. 109 WSW 118 214. 110 WSW 12 185. 111 WSW 53 8.11.1679; 61 183. 112 WSW 150 185, 184. 113 WSW 87 328, 504. 114 HvF 10704. 115 OPS 170 432. 116 HvF 16780 156. 117 OPS 69 359. 118 LWN y50 85. 119 OPS 120 680, 681. 120 GJb 1992 11. 121 OPS 121 831. 122 OPS 124 802. 123 OPS 125 95. 124 WSW 91 84. 125 Frysk kertiersteatboek 436. 126 OPS 122 267, 270. 127 OPS 181 1. 128 WSW 107 396v. 129 WSW 124 179. 130 WSW 120 283. 131 WSW 122 323; 149 151. 132 WSW 124 117, 140. 133 WSW 123 75. 134 WSW 123 80. 135 HvF 16779 66. 136 WSW 149

566. **137** WSW 149 3. **138** WSW 124 132. **139** WSW 125 4, 211; 126 174. **140** G. van der Veer, *Het geslacht (Van) Boelens uit Opsterland* (Drachten 2007), side 14. **141** HvF 16784 249. **142** WSW 126 308. **143** KOL77186. **144** UTI42248v;4318v,23v. **145** UTI29nr.63; 21169. **146** OPS108473. **147** OPS16634. **148** KOL10727,83v;10869, mei tank oan Melle Koopmans. **149** OPS109445,446. **150** OPS169107-110. **151** OPS66299. **152** UTI42375,375v. **153** IDA55364. **154** UTI2365; ferl.2468. **155** UTI33121v. **156** UTI33127. **157** UTI2431. **158** UTI2435. **159** OPS117423. **160** OPS120553. **161** HvF1677780. **162** UTI42231v. **163** UTI33201v,252,252v,253. **164** UTI33307. **165** DON16143, ferl. HAS56182v. **166** WON291289v. **167** OPS858,128v. **168** OPS858. **169** HvF16709309; 16492361. **170** T325455,457. **171** Gjb200623. **172** HvF16702430. **173** OPS6088. **174** OPS683v,146,150v. **175** OPS6114,120v. **176** OPS6144v. **177** OPS105230. **178** OPS1168v. **179** OPS1221. **180** OPS107181. **181** OPS1254v,65v,68v,92,224v;106333;107123,196. **182** OPS45293. **183** OPS4628. **184** OPS107567. **185** OPS13153;45344. **186** OPS16414. **187** OPS16542. **188** OPS46176. **189** OPS46240. **190** OPS109391. **191** OPS167313. **192** OPS110487. **193** OPS4791. **194** OPS6147. **195** OPS10545. **196** OPS828. **197** OPS10550. **198** OPS106149. **199** OPS4532. **200** OPS108472,521. **201** OPS107342. **202** OPS107414. **203** OPS13108. **204** OPS108566. **205** OPS168160. **206** OPS111217. **207** OPS4790. **208** OPS111576. **209** OPS113396. **210** OPS1688. **211** OPS171246. **212** OPS68407. **213** OPS6985,546. **214** OPS169405. **215** OPS172176. **216** OPS107246;10926. **217** OPS169284. **218** OPS171465. **219** OPS113403,406. **220** OPS67366. **221** SMA971. **222** OPS171621. **223** OPS171200. **224** OPS70526. **225** OPS119145. **226** ACH61770;71505. **227** OPS170773. **228** ACH118484,402. **229** ACH85241. **230** ACH118641,643. **231** ACH86230, mei tank oan Pieter Nieuwland. **232** TIE9970. **233** OPS106211. **234** OPS11048,127. **235** OPS16935. **236** OPS6783. **237** OPS114563. **238** OPS172559. **239** OPS78285;80716. **240** DOK23842v. **241** OPS107258. **242** OPS16543. **243** OPS112357. **244** T5267161v. **245** T526712673. **246** WON5656. **247** WSW12447. **248** OPS124116. **249** WSW123485. **250** WSW8448. **251** WSW12551. **252** WSW125128. **253** WSW90203. **254** WSW127273. **255** WSW125217. **256** OPS12089. **257** OPS12090. **258** OPS170654. **259** OPS172563. **260** OPS72496. **261** OPS11528,30. **262** OPS108167,487,566;10925;110285;111412. **263** OPS112125. **264** OPS68454. **265** OPS69871. **266** OPS70261. **267** OPS71102. **268** OPS

72 74. **269** OPS 118 488. **270** SNE 175 300v. **271** Gjb 1991
 15. **272** OPS 121 385. **273** OPS 121 505. **274** OPS 121 299. **275** OPS
 121 636. **276** OPS 129 356. **277** OPS 55 5. **278** OPS 108 564,
 565. **279** OPS661. **280** OPS109214. **281** OPS110488. **282** OPS111
 112. **283** OPS112176. **284** OPS112265. **285** OPS116348. **286** OPS
 172 276. **287** OPS 172 194. **288** OPS 116 603. **289** OPS 117
 348. **290** OPS 73 926. **291** OPS 124 284. **292** DON 11 351. **293**
 OPS 172 197. **294** DON 12 18. **295** DON 123 68. **296** OPS 120
 599. **297** NL 1930 33; IJL 15 48v, 49. **298** OPS 175 362. **299** ACH
 91 85. **300** ACH 92 310. **301** ACH 94 186v. **302** OPS 6 74,
 77v. **303** OPS 6 111. **304** OPS 6 120. **305** OPS 6 210. **306** OPS 7
 38v; 6 219v. **307** OPS 7 159, 159v. **308** OPS 8 184v. **309** OPS 9 17v,
 18v. **310** OPS 105 72. **311** OPS 10 42. **312** OPS 11 219v. **313** OPS
 12 61. **314** OPS 106 312. **315** OPS 12 96, ek 100 2x. **316** OPS 106
 321. **317** OPS 64 92. **318** OPS 107 348. **319** OPS 13 48v. **320** OPS 13
 70v. **321** OPS 46 99. **322** OPS 165 48. **323** OPS 109 283. **324** OPS
 110 195. **325** OPS 110 306. **326** OPS 111 84. **327** OPS 168 160.
328 OPS 168 221. **329** OPS 66 186. **330** OPS 66 [196]. **331** OPS
 66 354. **332** KOL 125 56. **333** OPS 168 214. **334** SCO 121
 134. **335** OPS 105 138. **336** OPS 109 154. **337** OPS 109 397. **338** OPS
 46 394. **339** OPS 110 306. **340** WYM 51 34; 52 13. **341** SNE
 175 168v. **342** LWN ee33 24v. **343** OPS 118 450. **344** MEN 78
 387. **345** MEN 74 206. **346** TIE 97 430. **347** HvF 16782 375.
348 Sjoch benammen UTI 29 nr. 63. **349** UTI 33 4v. **350** UTI 33
 21v. **351** UTI 33 35. **352** OPS 169 216. **353** OPS 172 465. **354** HvF
 16815 195. **355** OPS 72 369. **356** OPS 72 426. **357** UTI 29 nr. 63
 [277]. **358** HvF 11155. **359** UTI 34 99. **360** UTI 34 99v. **361** UTI 35
 8. **362** UTI5828. **363** OPS8234. **364** OPS59nr.100. **365** OPS45231.
366 OPS6273. **367** OPS922. **368** HvF16489461. **369** OPS110180.
370 Romck Sierts, frou fan Hendric Jentkes, wie in nammegenoot,
 dochter fan Syerd Bennes fan Lippenhuzen, OPS 62 71, 72. **371** OPS
 106 249. **372** OPS 59 92. **373** LWN 3354 504. **374** HvF 16702
 430. **375** OPS 111 245; 112 316. **376** OPS 112 191. **377** OPS 65 192, 197;
 108 555. **378** OPS 107 480. **379** OPS 107 509. **380** OPS 107 561.



Wapenregistraasje

It twadde part fan it Genealogysk Jierboek wurdt fersoarge troch - en stiet ûnder ferantwurdlikens fan - de Fryske Rie foar Heraldyk. Dy Rie bestiet út de neifolgjende persoanen:

mr. J.T. Anema, foarsitter,
J.C. Terluin, H.F. I, twadde foarsitter,
K.J. Bekkema, skriuwer, argivaris,
R.J. Broersma, Heraut Frisia IV, wapentekener,
drs. H. Bremer, lid,
drs. S.M. Hoekstra, lid,
P.H. van den Muijzenberg, lid, adviseur flaggen,
dr. C.J. Kuiken, korrespondearjend lid.

De Fryske Rie foar Heraldyk jout ried by it ûndersyk nei en it ûntwerpen fan famylje-, korporeaasje- en oerheidswapens en -flaggen yn Fryslân. Fierders registrearret de Rie dy wapens en flaggen yn it Genealogysk Jierboek.

> Ynhâld

<i>R.J. Broersma:</i>	229
Enkele wapens van diverse bronnen	
<i>Famyljewapens</i>	244
Algera / Algra, Boersma, Harings, Kracht / Kragt, Van der Leij, Ploeg, Veenstra, Veenstra	

Enkele wapens van diverse bronnen

Attama / Atema



Gedeeld: I. de Friese adelaar: II. doorsneden: a. een aanzierende runderkop; b. drie klavers 1 en 2.

Wapen van Hermanus Zacheus Attama (apotheker te Sneek) op huwelijksbrief destijds in de collectie van het Friesch Genootschap.

Hermanus Zachaeus Attama, geb. Oudega (W) 23-2-1756, zn van Syne Johan Attama, predikant, en Maria Mulder, tr. Sneek 26-12-1779 Magteltje Mulder, geb. Rauwerd 17-10-1760, overl. 3-1-1809, dr van Zacheus Mulder, secretaris van Rauwerderhem, en Lucia van Doem.

Bron: coll. wapenfiches K.M. van der Kooi (thans coll. F.R.f.H.).

Boerma



Gedeeld, I. de Friese adelaar; II. in zilver een klaver, boven vergezeld van twee, beneden van een gebladerde korenaar, alles groen. Helmteken: drie aren uit het schild. Helmkleed; groen gevoerd met geel.

Familie oorspronkelijk uit Groningen, later ook een tak in Fryslân. De stamvader van deze tak is Petrus (Pieter) Boerma, ged. Sappemeer 12-02-1730, predikant te Saaksum, overl. 1787, zn van Roelof Peters en Saarje Berens (Saartje Berents), tr. 2. Saaksum 3-12-1769 Maria van 't Hoff, geb. Venlo 4-6-1738, dr van Nicolaus van 't Hof, luitenant. Zijn kleinzoon Pieter (van 't Hoff) Boerma tr. Leeuwarden 25-4-1841 en overl. Leeuwarden 30-10-1855.

Bron: afbeelding in familiebezit en een lakafdruk in de collectie van Frederik Caland (1832-1905) (Kon. Ned. Genootschap voor Geslacht- en Wapenkunde/CBG, 's-Gravenhage).

Jorrit Ages Brunia - Ydtie [Ytje] Dirks op zilveren brandewijnkom



Afb.: det. foto via J. Schipper (zilverstudie.nl)



Jorrit Ages Bruinia:
 gevierendeeld: I. de Friese adelaar; II. (in blauw) drie (zilveren) [St. Michiels?]-schelpen 2 en 1; III. (in blauw) een schuin geplaatste kronkelende (zilveren) slang, de kop boven; IV. (in goud) drie (rode) schuinkruisjes,* 1 en 2; (in) een (blauw) hartschild een (zilveren) vogel.

Ytje Dirks:

gedeeft: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a.; een huis- of handmerk in de vorm van een X, met aan de bovenste uiteinden een naar beneden en naar de schildranden gericht schuinftaakje en onder, uitgaande van het midden van de X, een verticale ftak; b. 3 klavers, 2 en 1.

Helmteken: een uitkomend (bruin) hert.

Onder de wapens de initialen *J A B – I D*


De kleuren (tussen haakjes) zijn afkomstig van het wapen in de hal van het voormalige weeshuis (Botniastins) te Franeker (volgens coll. A.L. Heerma van Voss).

Jorrit Ages Bruinia, geb. Winsum 1642, overl. Franeker 12-05-1678, zn v. Age Andries Bruinia en Taetske Hanses (Walpert), tr. Franeker 09-02-1662 Ytje Dirks.


Hij is o.a. secretaris en ontvanger van Franeker.

* Er zijn verschillende varianten; hier lijken ze nog het meest op een breedarmig leliekruis, maar dan schuingeplaatst. Mogelijk oorspronkelijk een Bourgondisch kruis? Heerma van Voss geeft gewone St. Andrieskruisjes, ook bij andere naamdragers. Er zijn variaties in de kleuren.

Doede Simens - Luits Tjepkes (Epema) op zilveren beker



*Afb.: det. foto Fries
Scheepvaartmuseum*



Doede Simens:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een ster en een roos boven elkaar.

Luits Tjepkes:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. twee sterren boven elkaar.

Onder de voet van deze beker de wapens en het omschrift: *“DOEDDE SIMENS EN LVIETS TIEPPKES 1633”*

Doede Simens, overl. omstr. 1653 te Loënga, op 16-4-1623 vermeld, samen met zijn vrouw Luyts Tjepkedr, in de hypotheekboeken van Wymbritseradeel, 1640 boer te Loënga (stemkohier nr. 8).

Luyts Tjepkes, dr van Tjepcke Tjalckes Epema (Ippema) en Remck Hayes Binnema (Bennema).

Bron: beker in het Fries Scheepvaartmuseum (object nr. FSM-Z-073), zie <https://friesscheepvaartmuseum.nl/beeld/fsm-col1-dat1000010776>

Wendelina Hixenius / Hexenius op zilveren lepels, in alliantie met Johannes Beucker



*Afb. det. foto via J. Schipper
(zilverstudie.nl)*

Beucker:

gevierendeeld: I. de Friese adelaar; II en III. (in groen) een (zilveren) lelie; IV. (in goud) een (rode) leeuw.

Hixenius:

doorsneden: A. gedeeld: 1. (in blauw) een (gouden) roos; 2. (in goud) een (rood) hart; B. in (rood) een stappend (zilveren) schaap [hier staand op een grond].


Op enkele zilveren lepels van ca. 1700 als wapen van Wendelina Hixenius in alliantie met het wapen van Johannes Beucker.

Wendelina Hixenius, geb. Witmarsum, dr van Johannes Hixenius en Tietje Pieters Steendam (Steindam), otr. stadhuis Leeuwarden 9-12-1676 Johannes Beucker (1650-1723), JUD, advocaat, sedert 1679 procureur-generaal bij het Hof van Friesland, zn van Johannes Beucker en Grietje Sylvius.


De kleuren (tussen haakjes) bij Beucker zijn te vinden in het Armorial Général en in Gen. Jierboekje 1951, blz. 43-45; bij Hesman (*Gen. Jierb.* 1993, blz. 129) is het veld van de kwartieren II en III blauw. De familie Beucker Andreae voert het wapen Beucker als hartschild met de lelie in een groen veld (*Ned. Patriciaat* 77 (1993), blz. 1).

De kleuren (tussen haakjes) bij Hixenius komen uit het wapenboek van Von Brucken Fock. Het wapen Hixenius komt ook nog voor in een alliantie met Pierius Daniëls van Scheltinga en Sjoerdje Jacobus Hixenius en in de lakverzameling van het Fries Museum.

Intse Feickes - Ulck Idses op zilveren beker



Afb.: det. foto via J. Schipper
(zilverstudie.nl)



Intse Feickes

Gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een huis- of handmerk in een X-vorm, waaraan het uiteinde linksboven een naar beneden gericht schuinstaakje.

Ulck Idses


Gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een huis- of handmerk in een X-vorm, waarvan de uiteinden boven met elkaar zijn verbonden door een horizontale staak, en aan het uiteinde rechtsonder een naar boven gericht schuinstaakje.

Onder de voet van deze beker de wapens en het omschrift: “INTSE FEICKES ENDE VLCK IEDSES DO SIN WIF ANNO 1644”

Van Intse (Inte) Feickes en Ulck (Wlck) Idses is slechts bekend dat ze 11-03-1638 te Joure getrouwd zijn en in ieder geval tussen 1649 en 1661 vijf kinderen hebben gekregen.

Vergelijk de beker van Piebe Goslicks Jongma en Wytske Auckes in het *Gen. Jierboek* 2017 blz. 388.

Jetse Hendriks op zilveren lepel



Afb.: det. foto via J. Schipper
(zilverstudie.nl)

Gedeeld: I. doorsneden: a. een omgewende vogel; b. een met twee naar beneden gerichte pijlen doorboord hart; II, een kuipershamer, boven vergezeld van een kroon met zeven parels.

Boven het wapen de initialen J H G P

Jetse Hendriks, kuiper te Ferwerd, ged. Hallum 3-10-1703, zn v. Hendrik Jetses (kuiper) en Uilkje Klases, otr. Sneek 19-5-1731 Gepke Pieters (van Sneek).

Jouke Fetses op gevelsteen in het 'Hellinghuis' te Heeg



Gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een huis- of handmerk in de vorm van een Latijns kruis, met linksonder een schuinstaak.


Op de steen boven en onder het wapen de tekst: "*Jouke Fedses 1699 Hielck Wises*".

Jouke Fetses tr.1. Heeg 2-1-1667 Rienik Agis; tr. 2. Hielck Wises (Wytzes). In 1660 genoemd als schuitmaker te Heeg, in 1721 als mr. scheepstimmerman te Heeg.

Bron: *Sicco van Albada, De helling onder Heeg, Leeuwarden 1999.*

zie ook: <https://www.spanvis.com/historie-friesland/de-helling-onder-heeg>

Monsma, Sipke Jans op zilveren lepel



Afb.: det. van foto via J. Schipper (zilverstudie.nl)

Gedeeld, I. de Friese adelaar; II. een ster, onder vergezeld van een wassenaar, overtopt door twee lelies.

Tekst: “Sipke Jans Monsma Gebooren den 26 desember 1723 Gestorven den 21 Junij 1724”

Sipke Jans, geb. Bolsward 26-12-1723, overl. 21-6-1724, zn van Jan Monsma, burger hopman, en Swobkjen Jorryts.

Monsma, Willem Iemes – Hiltje Heins op zilveren mosterdpot



Afb.: det. van foto via J. Schipper (zilverstudie.nl)



Willem Iemes (Ymes) Monsma:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een huis- of handmerk in een X-vorm, met over het midden een dwarsstaak en linksboven een neerwaarts gericht schuinstaakje.

Hiltje Heins:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a. drie klavers, 1 en 2; b. een huis- of handmerk in de vorm van een 4, met links en rechts een schuine staak onder tegen de stok aan en rechts een verkorte verticale staak gaande door de horizontale staak.

Onder de wapens de initialen W I M H H

Willem Ymes Monsma, geb. Bolsward 1660, overl. Bolsward 19-2-1731, zn van Ime Siouckes Monsma en Antje Abbes (Abes), tr. stadhuis Bolsward 12-12-1684 Hiltje Heins, dr van Heyn Sybrens van Ingen en Bauck Gerbens.

Bron: <http://www.walmar.nl/inscripties.asp>

Nauta, Hette – Mollema, Beitske op zilveren vork



Afb.: det. van foto via J. Schipper
(zilverstudie.nl)



Hette Nauta:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a. twee schuingekuiste ankers; b. een lelie.

Beitske Mollema:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a. drie klavers, 1 en 2; b. een huis- of handmerk bestaande uit twee elkaar in de voet kruisende kepers.

Op de steel onder de wapens de initialen: H : N : B : M : 1774

Hette Nauta, geb. Oudkerk 21-3-1719 overl. 13-10-1797, zn van Gavius Nauta, predikant, en Riemkje Hettes Reinalda, tr. Itens 17-11-1743 Beitske Mollema, ged. Sneek 23-11-1718, dr van Sybren Mollema, burger vaandrig, en Aeltie Feikens. Hette was o.a. predikant te Itens.

Ook zijn zoon Eeuwe Nauta, predikant te Edens, voerde dit wapen (o.a. op een lakzegel in de collectie van het Fries Museum).

Osinga, Rein Douwes – Geertje Jentjes op zilveren lepel



Afb.: via H. de Walle, bron onbekend



Rein Douwes Osinga:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. drie klavers boven elkaar.

Geertje Jentjes:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. een geopende passer, rechts vergezeld van een winkelhaak met het korte eind boven, en beneden van een klaver.

Boven de wapens de initialen: R D O en G J

Rein Douwes tr. Heeg 29-01-1719 Geertje Jentjes afkomstig van IJlst. Hij gebruikt bij inschrijving als burger van IJlst op 30-12-1719 de achternaam Osinga.

Otte Ottesz - Remmertcke Wybes op zilveren knottekistje



*Afb.: det. foto uit boek
Fries goud en zilver*



Otte Ottesz:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a. twee klavers naast elkaar; b. een eikel.


Remmertcke Wybes:

gedeeld: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a. een lelie; b. een lelie.

Boven de wapens de initialen O O en R W

Otte Ottez 'de jonge', overl. voor 30-11-1633; tr. gerecht Hennaarderadeel 18-04-1626 Remmertcke Wybes te Waaxens, weduwe van Jaen Tades, hij dan te Arum.

Rooda (Roorda), Luitjen Popkes op messing gildepennyng



Afb.: Rijksmuseum

Gedeeld: I. drie rozen boven elkaar; II. een gewende gezichtswassenaar.

Gildepennyng in de collectie van het Rijksmuseum (object nr. NG-VG-7-440). Op de voorzijde een gekroond wapenschild tussen het jaartal 1698, onder het schild de initialen L P. Op de keerzijde een achtpuntige ster binnen het omschrift "G P LUVTJEN POPKES ROODA".

Luytjen Popkes Roorda, ged. Franeker 20-11-1672, z. van Popke Luytiens Roorda, mr. leertouwer, en Siouck Jans, tr. Franeker 14-12-1693 Ybeltje Sybrandus Heerma, afk. van Bolsward.

Sinnema, Dieuke Haijes op gebrandschilderd ruitje



Afb. in het 'Algeraboek' van R.S. Roarda

Wapen links: doorsneden: A. gedeeld: 1. de Friese adelaar; 2. in rood een zilveren roos; B. in zilver twee groene klavers naast elkaar.

Ruitje in de collectie van het Fries Museum met het alliantiewapen van Pieter Algra en Dieuke Haijes Sinnema, met onderschrift: "*Pijter Algra en Dieuke Haijes Sinnema sijn huisvrouw 1712*"


Wapen rechts: doorsneden: A. gedeeld: 1. de Friese adelaar; 2. een roos; B. twee in het water (bestaande uit golvende dwarsbalkjes) duikende vissen naast elkaar, boven vergezeld van twee klavers naast elkaar.

Het rechter wapen komt voor in het Algeraboek* van R.S. Roarda, in eenzelfde alliantie van Pieter Jacobs Algra en Dieuke Haijes Sinnema ('fan Folsgeare'), ook met het jaartal 1712 en de opmerking: 'komt ek foar sûnder de fisken'. De bron van deze afbeelding wordt echter niet vermeld. In de collectie K.M. van der Kooi komt het wapen van Pieter ook voor met de verwijzing naar het gebrandschilderde ruitje en de opmerking dat het wapen ook op een zilveren lepel voorkomt, met een latere inscriptie. Helaas wordt niet vermeld of het alleen het wapen van Pieter betreft of het alliantiewapen Algra – Sinnema (wat dan mogelijk de bron voor Roarda zou kunnen zijn geweest).

Dieucke Hayes Sinnema, otr. Bolsward (stadhuis) 8-8-1691, 3^e procl. ald. (kerk) 23-8-1691 Pytter Jacobs Algra, beiden te Bolsward, zn van Jacob Pytters Algera en Siouck Douwes.

*R.S. Roarda *It Algera – Algra Skaei 1425-1955* (Leeuwarden 1956).

Sinnama, Sinnema, Suffridus Serenus op zilveren avondmaalsschaal



Afb.: det. van foto A.J. van der Wal, RCE obj.nr. 182.418

Gevierendeeld: I. de Friese adelaar; II. een gezichtszon; III. een lelie; IV. een klaver op een takje.

Avondmaalsschaal Jouswier: *“Suffridus Serenus a Sinnama Predicant tot Juiswier”*

Suffridus Serenus Sinnema, geb. Delfzijl, predikant o.a. te Oostrum en Jouswier, overl. 30-1-1724, begr. Franeker, tr. Franeker 8-12-1695 Grietje (van) Westra, ged. Franeker 13-8-1665, dr van Suffridus Antonides Westra en Johanna van Wijngaerden. (hij is mogelijk een neef [althans een verwant] van Dieuke).

R.J. Broersma, Heraut Frisia IV



> **Algera / Algra**

Dield: I. de Fryske earn; II. yn goud in swarte dwersbalke belein mei in sulveren ein, de balke boppe en ûnder beselskippe fan in griene ikel. Helmtken: trije spearen mei in swarte skacht en gouden punten, ien rjochtop en twa krúslings der oerhinne, byinoar bûn mei in read lint. Helmkleed: grien, fuorre mei giel.


Gedeeld: I. de Friese adelaar; II. in goud een zwarte dwarsbalk beladen met een zilveren eend, de balk boven en beneden vergezeld van een groene eikel. Helmtken: drie speren met een zwarte schacht en gouden punten, één rechtop en twee kruislings er overheen, samengebonden met een rood lint. Helmkleed: groen, gevoerd met geel.

De famylje stamt út Suwâld en is fan oarsprong in famylje fan einierden. De stamheit wie neist boer âlderling en tsjerkefâd. It famyljewapen is basearre op it wapen fan Suwâld, dat de kleuren en in ein levere hat. De ikels komme út it algemiene einierdenwapen foar de wâlden, dêr't gewoanlik neist de Fryske earn trije griene ikels yn sulver stean. De spearen fan it helmtken ferbyldzje de oarsprong fan de namme Algera en Algra, dat de twadde namfal is fan de persoansnaam Alger (út **adlger*, it twade part *ger* betsjut 'spear').

It wapen is ornearre foar de neiteam mei de namme Algera of Algra fan Symen Halbes Algera, berne Tytsjerk omtr. 1607, st. Suwâld 15-5-1687, sn fan Halbe Wytse en Jetske Piers, tr. Hymck Sybrens, berne Suwâld 31-3-1607, st. Suwâld 5-5-1671.

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H.

Ynstjoerder: R. Algera, Hearrenfean



> **Boersma**

Yn blau in bûn bosk strie, beselskippe oan wjerskanten fan in klaver, alles goud, en ûnder fan in iepenslein sulveren boek; in ferhege weagjende sulveren dwersbalke, belein mei in griene fisk mei reade sturt en finnen. Helmtéken: in gouden klaver. Helmkleed: blau, fuorre mei giel.


In blauw een gebonden bos stro, vergezeld ter weerszijden van een klaver, alles goud, en beneden van een opengeslagen zilveren boek; een verhoogde golvende zilveren dwarsbalk, beladen met een groene vis met rode staart en vinnen. Helmtéken: een gouden klaver. Helmkleed: blauw, gevoerd met geel.

De stamheit komt fan Oosterwaard boppe Grijpskerk (Gr.). De earste generaasjes bliuwe wat yn it grinsgebiet wenjen en wurkjen, û.o. in Visvliet, Gerkeskleaster en Stroobos, en binne benammen boeren. De bosk strie komt út it wapen fan it twillingdoarp Gerkeskleaster-Stroobos en ferwiist, mei de klavers, nei de agraryske eftergrûn. De weagjende balke en de fisk komme út it wapen fan Visvliet, as symboal fan it komôf. It iepene boek ferwiist nei lettere yntellektuele beroppen en nei de boekhannel yn Beetstersweach fan Piet Boersma.

It wapen is ornearre foar de neiteam fan Thomas Cornelis, tr. Visvliet 20-11-1791 Geertje Joostens. Harren soan Corneli(u)s, berne Visvliet 18-3-1792, nimt de namme Boersma oan. Hy wennet dan yn Gerkeskleaster.

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H.

Ynstjoerder: P.J.G.C. Boersma, Grins (Groningen).



> Harings

Yn blau trije gouden liuwen mei reade tonge en neils, mei yn de foarpoaten in sulveren helleburd. Helmteken: fiif strúsfearren, ôfwikseljend giel en blau. Helmkleed: blau, fuorre mei giel.


In blauw drie gouden leeuwen, met rode tong en nagels, met in de voorpoten een zilveren hellebaard. Helmteken: vijf struisveren, afwisselend geel en blauw. Helmkleed: blauw, gevoerd met geel.

De trije liuwen mei helleburden binne it symboal foar de earste trije generaasjes Harings, dy't as militêren tsjinstdienen yn it garnizoen fan Ljouwert. De liuwen ferwize ek nei de wapens fan Ljouwert en Fryslân, dêr't de famylje wei komt.

It wapen is ornearre foar de neiteam fan Aldert Harings, berne Ljouwert 16-2-1789, st. Ljouwert 29-10-1841, sn fan Haring Jans en Gepke Alderts Lojinga; tr. Ljouwert 17-05-1807 Johanna Wijngaarden, berne Norden (Dld) 1787, st. Ljouwert 17-4-1858, dr fan Jacobus Wijngaarden en Tetje Jacobs.

Untwerp: de ynstjoerder yn gearwurking mei Heraldisch Bureau Nagtegaal.

Ynstjoerder: Stichting Familie Harings, Ljouwert,
<http://www.familieharings.nl>.



> **Kracht / Kragt**

Dield fan blau en read, mei oer alles hinne in sulveren jok mei kuorren, in gouden leelje, in sulveren keper belein mei in read hert, en in platte sulveren kwast. Helmteken: in gouden leelje. Helmkleed: rjochts blau, fuorre mei wyt, lofts read, fuorre mei wyt.


Gedeeld van blauw en rood, met over alles heen een zilveren juk met manden, een gouden lelie, een zilveren keper beladen met een rood hart, en een platte zilveren kwast. Helmteken: een gouden lelie. Helmkleed: rechts blauw, gevoerd met wit, links rood, gevoerd met wit.

De famylje kaam oarspronklik út Gerkeskleaster. As ferwizing hjirnei is de leelje út it doarpswapen opnommen. De keper jout de slús oan, dy't yn it doarpswapen fan Kommerzijl stiet, in doarp dêr't de famylje ek wenne en wurke hat. De kleuren read, sulver en blau komme fan it wapen fan de Ommelannen, dêr't ek it hert út komt dat op de keper stiet. De stamheit wie sutelder, dat troch it jok symbolisearre wurdt en de kwast ferwiist nei it berop fan skilder fan syn soan Ubel. De ferdieling fan it skyld in twa kleuren ferwiist nei de twa skriuwwizen fan de famyljenamme.

It wapen is ornearre foar de neiteam mei de namme Kracht of Kragt fan Pieter Jans Kracht, berne Gerkeskleaster april 1779, tr. Gerkeskleaster 14-6-1801 Jitske Hendriks Oosterhuis, berne Gerkeskleaster omtr. 1782 (beide doe noch sûnder skaainamme).

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H.

Ynstjoerder: mefr. W. Boersma - Kragt, Grins (Groningen).



> **Van der Leij** (Moddergat)


Yn blau in fersmelle weagjende sulveren skeanbalke, boppe beselskippe fan twa sulveren fisken, skean krúst oerinoar mei de koppen nei boppe, en ûnder fan in skean pleatst gouden anker. Helmteken: in gouden Sint-Jabiksskulp. Helmkleed: blau, fuorre mei wyt.

In blauw een versmalde golvende zilveren schuinbalk, boven vergezeld van twee vissen, kruislings over elkaar met de koppen naar boven, en beneden van een schuingeplaatst gouden anker. Helmteken: een gouden Sint-Jakobsschelp. Helmkleed: blauw, gevoerd met wit.

Generaasjes lang wenne dit slachte yn Nes (WD), Moddergat en Peazens, oan wjerskanten fan it streamke de Peazens. Dêrom binne it wapen en de kleuren basearre op dat fan de eardere gemeente Westdongeradiel en de beroppen dy't yn de famylje beëfene waarden, lykas fisker en skulpeskipper.

It wapen is ornearre foar de neiteam fan Pieter Montes van der Ley, berne Moddergat 20-1-1820, st. Moddergat 10-10-1879, sn fan Monte Martens van der Leij en Berber Gerbens Leij, tr. Westdongeradiel 24-5-1851 Liskje Jans Post, berne Nes (WD) 15-3-1827, st. Nes (WD) 29-4-1881, dr fan Jan Aants Post en Reinou Sakes de Borg.

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H., yn oerlis mei de ynstjoerder.
Ynstjoerder: K. van der Leij, Anjum



> **Ploeg**

Dield: I. de Fryske earn; II. trochsniën: a. yn sulver in achtpuntige blauwe stjer; b. yn read in sulver ploechizer, skeanlofts pleatst. Helmteken: in sulveren stekizer mei swarte stâl tusken in reade flecht, eltse wjuk belein mei in sulveren peinje. Helmkleed: blau, fuorre mei wyt.

Wapenspreuk: “DOE GOED EN ZIE NIET OM”, yn swarte haadletters op in wyt lint.

Gedeeld: I. de Friese adelaar; II. doorsneden: a. in zilver een achtpuntige blauwe ster; b. In rood een zilveren ploegijzer, schuinlinks geplaatst. Helmteken: een zilveren steker met zwarte steel tussen een rode vlucht, elke vleugel beladen met een zilveren penning. Helmkleed: blauw gevoerd met wit.


Wapenspreuk: “DOE GOED EN ZIE NIET OM”, in zwarte hoofdletters op een wit lint.

De stjer yn it wapen komt út de flagge fan Achtkarspelen, dat trijehûndert jier it wenplak fan de famylje wie. De acht punten ferwize nei de acht tuorkes op de tsjerke yn it gemeentewapen, wylst de stjer sels ferwiist nei de bestjoersfunksjes yn de famylje. It ploechizer stiet foar de famyljenamme en de agraryske eftergrûn. De kleuren binne dy fan it gemeentewapen. It stekizer op de helm is in ferwizing nei it berop fan feanbaas fan de stamheit en de peinjes op de wjukken symbolisearre de funksje fan ‘armmeester’ fan de pake fan de ynstjoerder.

It wapen is ornearre foar de neiteam mei de namme Ploeg fan Jetze Jans Ploeg, berne Surhústerfean okt. 1778, st. Ljouwert 14-4-1838, sn fan Jan Jetzes en Jeike Pytters, tr. Surhuzum 18-11-1815 Sjoukjen Gerbens Pama, doopt des.1793 Surhústerfean, st. Opende (Gr) 6-2-1879, dr fan Gerben Klazes Pama en Wytse Johannes.

Untwerp: J.C. Terluin, lid F.R.f.H.

Ynstjoerder: J. Ploeg, De Wylgen.




> **Veenstra**

Yn blau in skeanpleatste sulver kaai, dê't waaiersgewiis trije gouden ikels op stâlen út komme. Helmteken: in flecht, wêrfan de rjochter wjuk wyt en de lofter blau. Helmkleed: blau, fuorre mei wyt.

In blauw een schuingeplaatste zilveren sleutel waaruit waaiersgewijs drie gouden eikels aan stelen komen. Helmteken: een vlucht, waarvan de rechter vleugel wit en de linker blauw. Helmkleed: blauw, gevoerd met wit.

Dizze fariant fan it wapen is ornearre foar de neiteam fan Jitze Jans Veenstra, berne Hemrik, 16-3-1782, st. Beetstersweach 17-5-1839, sn fan. Jan Everts Veenstra en Tetje Wybes, tr. Beetstersweach 14-5-1812 Aukjen Linzes Sybinga, berne omtr. 1780 Noarder Drachten, st. Beetstersweach 20-7-1854, dr fan Linse Sybes Sybinga en Jisseltje Geerts.

Untwerp: in bestead wapen dat al inkele generaasjes yn besit fan de (Súdafrikaanske túke fan de) famylje is. De oarsprong is net bekend. Ynstjoerder: Mefr. I. Golhof (dochter fan mefr. W. Veenstra, dy't skaait út dizze staak), Dronten.



> **Veenstra**

Yn read in skeanlofts pleatste omdraaide kaai, dêr't waaiersgewiis trije ikels op stâlen út komme, alles goud. Helmteken: de kaai fan it skyld, rjochtop pleatst. Helmkleed: read, fuorre mei giel.

In rood een schuinlinks geplaatste omgewende sleutel waaruit waaiersgewijs drie eikels aan stelen komen, alles goud. Helmteken: de sleutel van het schild, rechtop geplaatst. Helmkleed: rood, gevoerd met geel.

Dizze fariant fan it wapen is ornearre foar de neiteam fan Halbe Jans Veenstra, berne Jubbega 10-6-1790, st. Beetstersweach 28-12-1864, sn fan Jan Everts Veenstra en Tetje Wybes, tr. Beetstersweach 30-12-1814 Aaltje Teyes Hemminga, berne Beetstersweach 21-7-1795, st. Beetstersweach 30-8-1861, dr fan Teye Jaspers en Hiltje Sjoukes.

Untwerp: in bestead wapen dat al inkele generaasjes yn besit fan de famylje is. De oarsprong is net bekend.

Ynstjoerder: mefr. I. Veenstra, Zuidhorn.

